De Fryske Akademy wurket oan ferskate taaldatabankprojekten. Dy projekten binne noch net allegear like fier op 'e glead. Guon taaldatabanken besteane allinnich mar as plan (Aldfrysk), oaren binne klear (Midfrysk) of hast klear (Nijfrysk). De taaldatabanken binne yn it foarste plak bedoeld as ynstruminten foar ûndersyk dy't in ferdjipping en ynternasjonalisearing fan it ûndersyk fan it Frysk skewiele sille.

By alle taaldatabanken wurdt in ûnderskie makke tusken de neikommende brûkersgroepen. Taalkundigen binne in ynstrumint nedich om mei maksimale effisjinsje in wurdboek, grammatika of dêrmei te fertykjen wurk meitsje te kinnen. Undersikers (taalkundich, kultureel, histoarysk) binne in brûkerstreonlike ynterface nedich foar it trochsykjen fan ynformaasje yn en oer manuskripten, teksten of transkripsjes. Lju mei niget oan taal binne in brûkerstreonlike ynterface nedich mei ienfâldige sykfunksjes. It doel fan 'e taaldatabankprojekten is om al dy ferskillende brûkers te skewielen.

As wy it Frysk fertykje mei in mearderheidstal lykas it Nederlânsk, dan docht bliken dat it Frysk in protte ferwurvenheden mist. Undersikers fan it Nederlânsk ha ta har foldwaan grutte databanken lykas it "Corpus Gesproken Nederlands" (sjoch Nelleke Oostdijk, 2000, Nederlandse Taalkunde 5-3) of de kolleksjes fan it Meertens Instituut ("Meertens Instituut: variatielinguïstiek on-line", Boudewijn van den Berg, 2000, Nederlandse Taalkunde 5-2).

Ear't der grutte ûndersyksprojekten op it Frysk definiarre wurde kinne, sille der earst ynstruminten foar ûndersyk yn 'e foarm fan taaldatabanken makke wurde moatte (sjoch "De rol van internet voor minderheidstalen" fan Ulrike Vogel, 2001, Nederlandse Taalkunde 6-4). Sa lang as dy konsekwinsje noch net yn it wittenskiptsbeleid oanbelangjende it Frysk lutsen is, kin allinnich mei beheinde middels oan 'e taaldatabanken wurke wurde - in sitewaasje dêr't oare minderheidstalen ek mei oantangele binne.

---

<sup>1</sup> In Nederlânske ferzje fan dit artikel hat sjen yn *Nederlandse Taalkunde* 8.1, ss. 58-62.

De oarsaak fan dy stân fan saken is simpel genôch: foar in polityk erkende minderheidstaal as it Frysk is it folle dreger en lis de hân op finansjele middels as foar in mearderheidstaal. En foar in dialekt is it wer folle dreger as foar in minderheidstaal. Dy stân fan saken hat yn lêste ynstânsje te krijen mei de ferdieling fan macht yn 'e wrâld. Nettsjinsteande is der op 'e Fryske Akademy ek in aardige samling materiaal út Fryske dialekten; kontaktpersoan dêrfoar is Arjen Versloot (aversloot@fa.knaw.nl).

Hoe beheind as de finansjele middels ek wêze meie, der binne nijsgjirrige risseltaten behelle op it mêd fan 'e digitalisearring fan it Frysk. Hjiûnder stiet earst in oersjoch fan 'e ferskillende taaldatabanken. Dêrnei geane wy apart yn op it projekt Corpus Sprutsen Frysk, in lyts bruorke fan it projekt Corpus Gesproken Nederlands.

## **2 Taaldatabank Aldfrysk**

Dizze taaldatabank, dy't yn gearwurking mei it Frysk Ynstitút te Grins ta stân brocht wurdt, sil alle Aldfryske teksten yn ha. It Aldfryske tiidrek rint oant 1550; it taalgebrûk is frijwat argaysk. De Aldfryske teksten binne foaral wetsteksten, dy't nijsgjirrich binne fanwegen de spesjale rol fan de lea yn it strafriocht en fanwegen it ynsjoch yn 'e midsteuske Fryske maatskippij dat de lêzer troch de wetsteksten kriget. Der sille oersettingen fan 'e Aldfryske teksten yn it Ingelsk of it Dútsk komme (dat is noch net útiten), dat it Aldfrysk ek tagonklik wurdt foar de ynternasjonale mienskip fan witten-skippers en nigethawwers.

De Aldfryske manuskripten telle byinoar wat mear as in miljoen wurden, meardere ferzjes fan deselde tekst net meiteld. Dy teksten sille tagged en lemmatisearre wurde, en alsa foar taalkundich ûndersyk ûntstletten.

De measte digitale teksten binne al sammele. Der binne minsken oansteld om adekwate tekstútjeften te meitsjen fan teksten dy't noch net sa ûntstletten binne. De technyske ymplementaasje is noch gjin beslissing oer nommen.

## **3 Taaldatabank Midfrysk**

De taaldatabank Midfrysk is ta stân brocht yn gearwurking mei it Frysk Ynstitút te Grins. Dizze taaldatabank befettet alle Midfryske teksten, meinoar wat mear as in miljoen wurden. De measte teksten ha in literêr karakter en de taal stiet ticht by de folkstaal. It grutste tekstoanpart Midfrysk komt



fan 'e santjinde-ienske literator Gysbert Japicx. It Midfryske tiidrek rint fan 1550-1800.

Dizze taaldatabank is klear en op Ynternet publisearre: <http://www.fak.naw.nl:8080/t/b2/index.html>. Alle midfryske teksten binne neffens in wiidweidich protokol hânmiittich foarsjoen fan wurdsoarte- en lemmaynformaasje ("tagged" op syn Ingelsk). Fan alle foarmen binne de grammatikale skaaimerken oanjûn: by tiidwurden persoan, getal en tiid; by haadwurden slachte en getal; by eigenskipswurden de bûging en treppen fan ferliking. Der is ek ynformaasje oer it brûken fan 'e tiidwurden meijûn: binne se transitiv of yntransitiv brûkt, foarmje se it perfektum mei hawwe of wêze, en sa mear. By einsluten is ek it al of net kluisearre wêzen fan persoanlike foarnamwurden oanjûn.

Befeging bart mei Nijfryske stekwurden. In Nijfrysk stekwurd smyt alle fynplakken op, likefolle hoe't it wurd yn it Midfrysk stavere wurdt. It wurd is foarsjoen fan 'e bibliografyske ferwizing nei it fynplak, en de omtêst (kontekst) by it wurd wurdt ek jûn. Yn 2003 begjint de Fryske Akademy mei it wurdboekprojekt Midfrysk. De taaldatabank is opslin yn in  $\emptyset$ -database dy't mei SQL befrege wurdt út in JAVA-omjouwing wei.

#### 4 Taaldatabank Njoggentjinde-iensk Frysk

Yn 'e Taaldatabank Njoggentjinde-iensk Frysk sit in kar-út út njoggentjindeienske wurken, dy't sawol op tematyske as op gronologyske grûnen syn bestek krigen hat. Oanbelangjende de gronology is der nei stribbe en nim materiaal op út alle dekadens fan 'e njoggentjinde ieu. Dêrby is de iere njoggentjinde ieu lykwols oan 'e krapperein kommen; yn 'e takomst sil dat ferholpen wurde. Oanbelangjende de tematyk is der nei stribbe en represintearje alle tekstsoarten: almanakartikels, gedichten, toanielstikken (ynbegrepen in bewurking fan Molière syn *L'Avare* as *De Jildstumper* troch Waling Dykstra), koarte ferhalen en romans. De wurden komme yn it materiaal foar yn alderhanne staveringen, dy't wy semy-automatysk weromline fanút in Fryske ynterface (yn 'e Steatestavering).

De taaldatabank sil fertuten dwaan foar it projekt 'Fryske Grammatika', dat as doel hat en meitsje de Fryske wjergader fan 'e ANS (Algemene Nederlandse Spraakkunst). It leit fierder yn 'e bedoeling en jou guon njoggentjinde-ienske wurden op 'e nij út.

De taaldatabank befettet al mear as in miljoen wurden. It grutste part is oertypt mei help fan frijwilligers; scannen wie meast net mooglik troch de minne printkwaliteit fan 'e teksten. Op dit stuit wurdt wurke oan it ferrykjen fan 'e taaldatabank mei XML-kodearring (TEI tags).

## 5. Taaldatabank Nijfrysk

Yn 'e taaldatabank Nijfrysk sitte sa'n fiif-en-tweintich miljoen wurden. De partuerjende teksten hearre ta ferskate tekstsoarten: poëzy, literêr proaza, berjochten út kranten, fakliteratuer, riedsfer slaggen, en sa mear. Dy teksten falle ûnder it auteursrjocht, en wy ha yndie fan de measte teksten de rjochthawwer efterhelje kinnen en krij tastimming foar it iepenbier meitsjen fan 'e tekst yn 'e foarm fan in taaldatabank. Der sitte ienfâldige sykfunksjes op 'e taaldatabank, de boarnefermelding wurdt jûn, de omtêkst út soarte, it brûken fan wildcard's is mooglik, mar der is gjin oantsjutting fan wurdsoarte of lemma (tagging en lemmatisearing) en de ferskate staveringen fan in selde wurd binne noch net byinoar brocht.

De taaldatabank kin foar ferskillende soarten fan ûndersyk brûkt wurde. Twa foarbylden. Ik ha sels de taaldatabank tegearre mei Arjan Hut brûkt om morfologysk ûndersyk te dwaan nei de kondysjes dy't it foarkommen fan it efterheaksel -ENS beskiede. Dat efterheaksel konkurrearret mei it efterheaksel -HEID. Beide efterheaksel's ha ien en mien dat se haadwurden fan eigenskipswurden meitsje (foarbyld: tensus - iensumens / iensumheid). Mei de sykfraach “\*ens” koene wy alle wurden dy't op -ENS útgeane opfreegje. Mei de hân ha wy allegear ynkorrekte foarbylden wei helle fan wurden dy't wol op -ENS útgongen mar dy't net it nominalisearjend efterheaksel be troffen, lykas it bywurd 'aansens'. Nei analyse fûnen wy út dat it efterheaksel -ENS foaral by spesifyk Fryske wurden brûkt wurdt, dus wurden dy't gjin derop lykjende wjergader yn it Hollânsk ha (foarbyld: earder 'healwizens' as 'healwuisheid' fanwegen de ôfwêzichheid fan 'halfwijsheid' yn it Hollânsk). -HEID kaam dêr foar oer makliker foar by wurden dy't al in der sterk op lykjende wjergader yn it Hollânsk ha (earder 'wuisheid' as 'wizens' fanwegen it bestean fan 'wijsheid' yn it Hollânsk). Us ferhaal is kompleks as dat wy hjir yn rûge halen sketse, en is publisearre yn It Beaken 2003. Oare ûnderwerpen ûndersocht mei help fan 'e taaldatabank binne: de tusken -N yn gearstallingen (bûtdoar - bûtendoar), it brûken fan it partuer fan efterheaksel -UNBE, it brûken fan 'folle', en sa mear.

(Sjoch: <http://members.chello.nl/e.hoekstra8/FD-Argyf.htm>).

Likegoed wurdt de taaldatabank net allinnich troch taalkundigen brûkt. In jurist dy't in disserterasje skreau oer byldoarming om notarissen binne yn Fryslân hat de taaldatabank om in protte oanhellingen te krijen oer dat ûnderwerp, simpelwei troch te sykjen op it wurd 'notaris\*\*'.

Salang as de rjochten noch net folstlein regele binne, is de taaldatabank allinnich op it Ynternet fan de Fryske Akademy yn te sjen. De taaldatabank wurdt brûkt foar it projekt WFT (Wurdboek fan de Fryske Taal). De taaldatabank funksjonearret goed en kin op fersyk foar wittenskiplike doelen rieplache wurde. Sagar i der finansjele middels frjmakke wurde, kin de taaldatabank yn likernôch trije moanne op Ynternet set wurde. De taaldatabank hat de foarm fan in Oracle-database dy't mei SQL befrege wurdt út in Java-omjouwing wei.

## **6 Korpus Sprutsen Frysk**

It Korpus Sprutsen Frysk (KSF) hat as doel en stal in korpus fan tsien miljoen wurden gear dat in plausibele trochsned foarmet fan it hjoeddeistige Frysk yn de provinsje Fryslân. Ien miljoen wurden sil minimaal ortografysk transkribearre wurde. It KSF makket gebrûk fan it ûntwerp fan it Corpus Gesproken Nederlands. Netsjinsteande binne der in pear wichtige ferskillen tusken KSF en CGN.

It KSF besiket safolle mooglik taalfariaasje foar it ljocht te heljen en hat dêrop mei opsetsin derfoar keazen en sammelje net allinnich geef Frysk mar ek dialektfrysk en "ynkorrekt" Frysk. It Nederlânske projekt sammelet lykwols allinnich geef Nederlânsk; regionaal kleure farianten wurde mei opsetsin útstelden, wat in sterke ferflakking fan 'e rikere werklikheid as gefolch hat.

In twadde ferskil is dat KSF fan doel is ek âlder Frysk op te nimmen. Mei dat doel binne al kontakten mei Omrop Fryslân lein; yn dy syn argiven befynt him in skat oan âlder materiaal. Dat moat dan lykwols noch al digitalisearre wurde. Foar problemen dêrmei ha wy kontakt socht mei in ekspert op dat mêd, de fonetikus Dr. T. de Graaf fan 'e universiteit fan Grins. Mei de âldere data is it ek mooglik en bestudearje histoaryske farianten en taalferoaring.

In tredde ferskil belanget it finansjele mêd oan. It budzjet fan KSF is minder as in tsiende fan it budzjet fan CGN.

It KSF rjochtet him fanwegen de beheinde finansjele middels fral op it sammeljen, it digitalisearjen en de sosjologyske beskriuwing fan 'e data en sprekkers, wylst it CGN eksperimintearret mei ferskillende typen fan linguïstyske annotaasje foar parten fan it materiaal (prosoadysk, syntaktysk, fonetysk).

KSF hat in wittenskiplik en in taaltechnologysk doel. Om mei dat lêste te begjinnen, it automatysk werkennen fan sprutsen taal is de beskikberens foar nedich fan in grut korpus ortografysk transkribearre taal. Om net benefier te bliuwen by de ûntjouwings op dat mêd is it foar it Frysk fan grut belang en set sa 'n annotearre lûdkorpus op. Troch mei de ûntjouwings yn de taaltechnologie mei te gean is it makliker en kreërje taaltechnologysk ynstruminten lykas in spraakwerkenner dy't it yn stân hâlden en wreidzjen fan 'e Fryske standerttaal stypje. It bemakliket oars ek it krijen fan subsydzjes, nasjonaal en Jeropeesk, foar minderheidstalen.

It wittenskiplike doel fan KSF is en krij (mear) ynsjoch yn ferskillende oant no ta min ûndersochte aspekten fan sprutsen taal en befoarderje it ûndersyk op 'e mêden fan 'e grammatika, de sosjolingüïstyk, de taalsojology, de dialektology en de petearteory (discourse teory).

Foar it op Ynternet setten fan lûdmateriaal yn 'e foarm fan in taaldatabank is tastimming nedich fan 'e sprekkers en fan alle partijen dy't in rjocht ha op it opnommen materiaal (opnimers en transkribeurs bygelyks). Wy freegje alle sprekkers en eventuele leveransiers fan lûdmateriaal om juridyske tastimming. Foar de dúdlikens: der sille gjin persoans- of adresgegevens op Ynternet komme te stean; it materiaal wurdt yn anonimisearre foarm beskikber steld.

It technyske formaat dêr't it materiaal yn beskikber komt is XML. XML is in kombinaasje fan in tekstbestân mei databasekoades tusken heakjes. Asja kin in XML-bestân altyd mei in tekstferwurker lêzen wurde, mocht it mei de databaseprogrammatuer op 'e non rinne. Ommers bytiden wurdt in databaseprogramma samar net mear levere (wat barde mei Oracle foar Unix-Solaris), en guon databaseprogramma's binne sa strang befelligje en sa brûkersûnfreonlik dat allinne in programmeur derby kin (Oracle bygelyks).

Yn 'e korpusopbou wurdt rekken holden mei ferskate skaaimerken fan sprekkers en petearen, dat ek wol de sosjaal-sitewasjonelle setting neamd wurdt. Petearen wurde lykas by CGN ûnderferdield yn 'e neikommende kategoryen:

*Mear as ien sprekker:*

- ▶ petear
- ▶ ynterview
- ▶ tillefoanpetear
- ▶ saaklik
- ▶ diskusje
- ▶ gearkomste
- ▶ les

*Ien sprekker:*

- ▶ beskriuwing
- ▶ ferhaal
- ▶ ferslach
- ▶ nijs
- ▶ kommentaar
- ▶ lêzing
- ▶ foarlêze

*Fan 'e sprekkers wurde de neikommende gegevens notarre:*

- ▶ slachte
- ▶ bertedatum
- ▶ dialekt fan it Frysk (ynbegrepen standert Frysk)
- ▶ oplieding
- ▶ berop

Yn 'e taaldatabank sil op al dizze gegevens en op wurden yn de transkri-bearre tekst socht wurde kinne. By it wurd kriget men dan de sin dêr't it yn foar komt, en fansels kin men ek it lûdfragemint ôfharkje. Sa kin men bygelyks de útspraak fan jonge froulju út 'e Wâlden ûndersykje, om mar ris wat te neamen.

De opnammen wurde makke troch minsken dy't wurkje foar it projekt of troch frijwilligers dy't tastimming jûn ha om in bânrecorder by har yn 'e hûs te nimmen foar it opnimmen fan spontane spraak. Opnammen krije wy ek troch gearwurking mei oare partijen lykas Omrop Fryslân. It lûdmateriaal sels is opslin yn in 16-bit, 16 kHz wav formaat.

## **7 Takomstperspektiven**

Ien fan 'e doelen fan KSF wie it en meitsje in begjin mei spraaktechnology foar it Frysk. It moaist wie as it projekt resultaatje soe yn in elemintêre

spraakwerkenner, leafst noch wylst it projekt rint. Dan soene de transkribeurs mei help fan de spraakwerkenner transkribearje kinne. Foar it neiste is dat lykwols takomstmuzyk.

Oan de ûndersykskant sil mei help fan KSF ûndersocht wurde yn hoe fier as it sprutsen Frysk troch ynterferinsje fan it Hollânsk oantaast wurdt en hoe't dat proses krekt ferrint. Alsa smyt KSF ljocht op de problematyk om twatalichheid hinne en taalferoaring troch twatalichheid, sawol sosjaal as taalstruktureel. Fierders sille mei help fan KSF de eigenskippen fan sprektaal ûndersocht wurde; it grutste part fan ús kennis fan taal is ommers basearre op skriuwtaal.

It skreaune Nijfrysk hat al in protte omtinken krigen yn 'e foarm fan artikels. Lykwols leit it yn 'e bedoeling en meitsje in grutte Fryske spraakkeunst dêr't ús kennis fan it hjoeddeistige Frysk yn gearswile wurdt (kontaktpersoan: sdyk@fa.knaw.nl). Foar dat doel sille de taaldatabanken Nijfrysk en KSF grif fertuten dwaan. Foar it njoggentjinde-ieusk Frysk, it Midfrysk en it Aldfrysk jildt dat de grammatika dêrfan in protte wite plakken hat. It ûndersyk oant no ta wie ommers benei eksklusyf op etymology rjochte. De taaldatabanken sille fan eminint belang wêze foar it grammatikaal ûndersyk nei de âldere taalfazen fan it Frysk. Dêrnêst sille de taaldatabanken, at se ienris op Ynternet steane, it Frysk oer de hiele wrâld hinne beskikber meitsje.

# BIOGRAPHY





# Joast Halbertsma: skeppe út ferset

*Philippus Breuker (Universiteit van Amsterdam / Fryske Akademy)*

De fraach fan de kongreskommisje dêr't it neikommende in antwurd of teminsten in reaksje op is, wie wat de konteeren wêze moatte of kinne fan de of in iennis te skriuwen allesomfetsjende biografy oer Joast Halbertsma. Ik sil myn antwurd yn trijen ferparte. Earst gean ik, ûnder tapassing op Halbertsma, nei wat neffens my in biografy heart te wêzen en wat yn alle gefallen noch oan ûndersyk barre moat ear't it dêr oan ta is. Dan jou ik in oersjoch fan de grûnslach dêr't libben en wurk har út ûntjoegen, fan wat der dus wie oan erflike oanlis en oan wearden sa't dy har oant likernôch syn tritichste jier foarmen. En ik beslút mei in analyse hoe't er sûnt yn syn wurk in posysje op it gebiet fan filology en folkskunde yn de gelearde wrâld en as skriuwer yn de Fryske literatuer opboud. Ik mien dat dêr in elemint yn sit dat karakteristysk foar him is. En dêrmei soe dan oan de fraach folden wêze, want by de biografy fan in skriuwer of gelearde giet it fansels om de ferdúrliging fan syn wurk.

## I De biografy

It sjenne fan de biografy is de lêste jierren ek yn Nederlân wer populêr wurden, sels oant yn de wittenskip ta. Der hawwe wol oare tiden west. Dat hoecht gjin nij te dwaan, want in biografy is net altyd like sinfol.

Dat hinget uteraard sterk ôf fan it belang fan de beskreaune. Ik mei graach oer brede gearhingjen, oer ûndersyk dat persoanen of saken yn in wittenskiplik of in maatskiplik ramt set, en yn sokke stúdzjes komt de persoan op it twadde plak. As it om ien as Halbertsma giet, dan hoecht dat lykwols net. Hy hat grutte ynlfoed hân en hat dat trouwens noch altyd, yn it bysûnder foar wat opfettingen oer kultuer en literatuer yn Fryslân oangiet. Yn syn gefal kin in biografy op dy gebieten dat ramt fan bredere gearhingjen krekt yn byld bringe. Dat nimt net wei dat it belang fan in stúdzje oer syn ynlfoed my grutter taliket as dat fan syn biografy. En de betreklikheid fan syn belang soe better út komme as oare op Fryslân rjochte figuren út Fryslân neist him set waarden, Telling bygelyks, wurksom op deselde gebieten as hy, of H.W.C.A. Visser as histoarikus en ûnderwiisman en Viringa Coulon as medikus en man fan lânboufermijing. Halbertsma wie oars wol wat in útsûndering. Ge-

leardheid yn Fryslân wie bûten Akademy en letter Ateneum net sa grut, yn Halbertsma syn tiid miskyn noch wol minder as earder.<sup>1</sup>

Yn in biografy moatte de fragen en de dingen fan de tiid sichtber wurde. In grut persoan sil dêrop reagearje, oars kin er net gau grut neamd wurde. Dochs sil hy (of sy) nea sa grut wêze dat der gjin belangrike dingen oerbliuwe dêr't er allinnich mar ûnbewust op reagearet, hoefolle oft se syn hiele libben en tinken ek bepale meie. Yn Halbertsma syn gefal binne dat it histoarysk bewustwêzen en it tinken yn folken en dêrmei gearhingjend de niget oan folkslibben. Beide binne it tige belangrike grûnslagen fan Halbertsma's mentaliteit, en oarspronklikheid sit der op dy punten by him dus net yn. Dat lêste sil yn de biografy útkomme moatte.

Tagelyk moat oan de oare kant ek de persoanlike ferwurking fan sokke algemien oanhongen ideeën dúdlik makke wurde. Wat dy persoanlike ferwurking oangiet, it liket wol wis dat se by him wat ekstreems krije. Sa falt it op dat er eins gjin histoarysk ûndersyk docht. It tinken fan Halbertsma wie sterk yntuïtyf. K. de Vries beslút syn skôging oer Halbertsma en de skiednis, mei E.H. Waterbolk oan te heljen, dy't him as in romanysk oanlein persoan sjocht, foar wa't de skiednis stipe jout oan eigen entûsjasme en dy't net folle each hat foar feroaring en ûntwikkeling. Ik kin it dêr net oars as mei iens wêze. In klear foarbyld wie foar my de manier sa't er de *Friesche Tjerne* fan Gysbert Japix behannelet. Dy fleurige baas wurdt by him in polityk satirikus.<sup>2</sup> Ek op it gebiet fan it tinken yn folken oerhearsket it foaropsette idee. Sa skriuwt Eekhoff oer syn opfetting oer it folkskarakter dit: "Men vond de oorzaak van die geopenbaarde neiging voor de beoefening van de exacte wetenschappen onder dit ruwere klimaat in den meer dégelijken volksaard en het ernstig karakter der Friezen, dat gevormd was in en door den eeuwenheugenden strijd, om dit land tegen den immer dreigenden oceaan te beveiligen. Maar Halbertsma ging verder, en "schreef zoo veel uitstekends als Friesland vroeger opgeleverd had, niet toe aan eenig toeval; neen, bij hem

<sup>1</sup> Cf. de opjefte fan geleardheid (en ek fan praktysk fermuft) dy't H.W. Tydeman yn 1807 op fersyk fan de direkteur generaal fan wittenskippen en keunsten J. Meerman makke (yn s 105 IX, Museum Meermanno Westreemium, Den Haach). Ek doe wie dy geleardheid konsintrearre yn Frjentsjer, mar neist in frij grut oantal publisearjende dûmnys neamt Tydeman ek godden as Petrus Wierdsma, J.F.M. Herbell, D.H. Beucker, Andreae, P.H. Peerikamp en lju mei grutte biblioteken as H. Oosterbaan en P. Stinstra, dy't men letter net mear safolle fynt. Earst yn de jierren sechstich waard dat tydlik wer oars mei figueren as Isaac Teltling en Eelco Verwijs.

<sup>2</sup> Breuker 1989 II, 309. Ik helje dêr mei ynstimming de krityk fan Cnoop Koopmans oan. Letter fin ik fia Kalma 1950 noch dat J. Boeke dat yn 1844 ek al dien hie. Dy hellet fan Koopmans oan dat Halbertsma him troch de krêft fan syn ferbylding meislepe lit en dêrtroch leaut waarmommen te hawwen wat er allinnich mar yn syn "mind's eye" sjoen hat. (Boeke 1844, 57). Sjoch foar oare foarbylden Breuker en Janse 1997, bgl. 27.

was het getal van Friesland's groote mannen het natuurlijk uitvloeisel van den meer voortreffelijken aanleg van den Frieschen volksstam."<sup>3</sup>

Men soe dat yntwive yn ferbân bringe kinne mei syn optellingen oer it sjeny. It sjeny nimt sa'n grut plak by him yn, der binne safolle lju dêr't er oer skreaun hat dy't er ta de sjenen rekkenet, en sa faak lit er sûnderdierlike figueren as Jouthebas en Gosse Knop de haardrol yn syn Fryske stikken fan *de Rimen en Tertsjes* spylje,<sup>4</sup> dat in stúdzje oer syn sjenyinken net allinnich it byld fan himsels ferhelderje soe, mar ek fan belang achte wurde mei foar it njogentjinde-ienske sjenyinken yn it algemien. In sjeny hie neffens Halbertsma gjin karakter, it wie karakterleas. Syn ideeën waarden him oan, sa't in Eolusharp muzyk op de wyn makket. Soks seit er bygelyks fan Bilderdijk en fan syn broer Feiltsje.

Wy stappe no ôf fan it belang fan Halbertsma en sjogge nei him as persoan, hoe't dy tekene wurde moat. It foarnaamste liket my dat dúdlik wurdt wat libbensbepalend west hat. Dat kinne hege idealen wêze, mar ek trivia-lieten en net te ferjitten soms ek gewoan tafal, gelok of pech. Fan dy dingen is pas in byld te krijen as alles sawat neigongen en útsocht is. Dat betsjut dat de biografy earst dan syn definitive foarm krije kin. In biografy sûnder fizio op dy dingen is net om te lêzen. Dan wurdt it in omkearde kaartebak, of noch slimmer, it neiferellen fan knipsels út Tresoar (met alle respekt foar kaartebakken en knipselmappen, dêr giet it net om), ôfwiksele troch ûntesbere ad hoc-ynterpretaasjes.

Fansels moatte om te begjinnen alle kanten fan de beskreaune har gerak krije. Der is al in soad oer him en syn wurk skreaun, mar der binne ek noch in soad hânskriften en publikaasjes dêr't noch sa goed as gjin stúdzje fan makke is. Halbertsma hat boppedat leau 'k bûten de taalkunde dan wol gjin gebieten dy't sûnder spesjalisistyske kennis net tagonklik binne, mar maklik is it net om in biografy fan him te skriuwen, want hy hat him op in protte terreinen beweegd. Dat freget by bepaalde publikaasjes of oantekens fan him noch wol it ien en oar oan foarstúdzjes. Mear yn it algemien liket it my ta dat der noch te min oan de teologyske kant dien is. In net-publissearre skripsje net meirekkene, lykje my it foarnaamste in pear bledsiden fan ds. C.P. Hoekema.<sup>5</sup>

Mar ek de polityk is noch net folle oan dien. Ypma, dy't der it lêst gearfetsjend oer skreaun hat, hat ien fan de belangrykste boarnen net brûkt. Dat

<sup>3</sup> Eekhoff ferwiist hjir nei Baron Sloet tot Oldhuis, *Brief yn de Vrije Pries*, XII 43, en ferfolget noch: "En dat daartoe niet alleen geschiktheid voor de beoefening van kennis (waarvan van Kampen allen spreekt), maar ook van kunst behoorde, dat heeft hij ten aanzien der poëzie bewezen door zijne hulde zoowel aan Gijssbert Jacobs als aan de van Harens, die gedurende zijn gansche leven de voorwerpen zijner bewondering waren." Eekhoff 1875, s. 276.

<sup>4</sup> Cf. Kalma (Kent gjl) 1969 45, noat 45.

<sup>5</sup> Hoekema 1969, 73-75. Oer it dúmmysamt hat er yn 1865 sprutsen en skreaun: sj. Kalma (Kent gjl) 1969, ss. 278-285.

binne Halbertsma syn oantekens yn 322 Hs. Ik wol der in inkeld wurd oer sizze.

Halbertsma hie in passy foar polityk. Dy belangstelling moat er al ier hân hawwe. Dat komt, sa liket my ta, omdat er yn de polityk in middel ten goede en ten kweade sjocht as it giet om it behâld fan persoanlike en fan Fryske ûnôfhinklikheid. Dy beide rinne by him al fuort yn de jierren tweintich troch elkoar en dat sil sa bliuwe.<sup>6</sup> Van Leeuwen, dy't him al sûnt 1809 goed koe, skreau him yn 1832: "Wat uw politiek systeem betreft, dat is mij altijd wat anti-oranje voorgelkomen! - Gij zijt wat heel Menist, dat is tussehen beiden op zijn bataafsch gezegd wat oud-keesig, en geoutreerd."<sup>7</sup> Halbertsma moat wol in útsûndering west hawwe. Hy jout ek de reden wêrom't er him mei polityk dwaande hâldt. "Vraagt men mij, Waartoe bemoeit gij u met politieke? Waarom beoordeelt gij koningen, ministers, amptenaren? Die Heren spelen de comédie, en ik betaal het loofje."<sup>8</sup> Om jild dus. Yn 1830 krijt de regearing by him de skuld fan de Belgyske Opstân. As de koaning it net keart, wurdt Hollân no yn it lytser wurden lân opnij de baas en komt hjir ek opstân.

Fan dat jier ôf jout er mear as tsien jier lang troch rinnend kommentaar op benammen de binnenlânske polityk. De koaning regeart bûten de konstitúsje om mei in stel Jakobinen (dat binne de ministers, dy't yn 1795 fûle republikeinen west hienen), neat is mear yn 'e war as de finânsjes, kriyk meie jo net hawwe, dûmnys en professoaren dy't noch de gefoelens fan earder tiid oanhingje, wurde passearre, en in folk bestiet net mear, it is in samling yndividuen oan 't wurden. De literêre delslach fan dy argewaasje is op ûnderskate plakken yn de *Rimen en Telsjes* te finen. Yn it bysûnder wurdt no dúdlik hoe't er syn hert luchtet yn de brieven oan en fan Eolus, dy't út 1837 binne. Dy geane oer dingen dy't him heech sitte. En ek hoe foarsichtich oft er dat ferlike by dizze oantekens dêr docht.

Ta de kanten fan de persoan heart ek de persoanlikheid, it karakter. Hoefolle nut oft oandacht foar de persoanlikheid eins foar in biografy oer in skriuwer of gelearde hat, wurdt faak net by stilstien. Neidruk op de persoanlikheid betsjut faak dat it belang fan oanlis en karakter oerskat wurde. It libben is ommers net in bytsje kontekstfôhinklik. Der binne altyd wer nije omstannichheden en nije ûnderfinings en it âlder wurden bringt ek

<sup>6</sup> Cf. Breuker 1989 II, 7 (oer syn fizy op Gysbert Japix) en Halbertsma 1862, s. 214 (oer Rinse Posthumus): "Posthumus was niet alleen in zijne omgang en wedervaren met menschen, maar ook in de wetenschap, ten hoogste onafhankelijk van karakter; dit nam echter niet weg, dat de grond die hem zag geboren worden, het nationale karakter door het persoonlijkje liet heen schemerên." Dit binne mar in pear foarbylden; it soe gjin muoite kostje om se mei tsientallen út te wretdzjen.

<sup>7</sup> Van Leeuwen oan Halbertsma, 27-3-32; sjoch oer dy preek: Wumkes, Paden IV, ss. 441-445.

<sup>8</sup> Oantekenboekje 1831; 322 Hs. It hiele jier skriuwt er fierder yn it Latyn, grif omdat er bang wie dat oaren syn oantekens ûnder eagen krigen.

syn feroaringen. Wat seit it dat ien heechmoedich neamd wurdt as net in bedenenre stânpunt ynnommen wurdt oer it konflikt dat ta sa'n ypearring liedt. En wat wurdt men wizer fan in herlieding ta memmehing as gjin ferbân mei it wurk lein wurdt, ôfsjoen noch fan de fraach oft dat op himsels wol in goeie ypearring is? Dat fêste docht Kalma yn in dreege, mar sterk psychologysearjende lêzing foar it Filiolegokongres yn it Halbertsmajier 1969. Hy woe dêrmei in fraachteken sette achter de 'prachtmens,' dêr't Brouwer yn 1941 syn orasasje mei besleat.<sup>9</sup>

Kontekst dus. De betsjutting fan de kontekst foar IJbben (en trouwens ek foar wurk) kin dúdlik makke wurde oan de ferhâlding ta oare IJn en har wurk. Der is faak wikselwurking, mar ek rivaliteit. De fluchste wet nei ferheldering liket my orïntaasje op freonskippen en konflikten. Sa komt it dat my it model fan diminsjewinst en diminsjerfies wol oansprekt, dat Charlotte Bühler ûntwikkele hat en dat Wadman yn syn biografy fan Hjerre Gjerris van der Veen tapast hat. It docht my altyd wer nij dat Wadman syn boek noait neamd wurdt as it yn us lân oer de fraach giet wat in goeie biografy is. In foardiel fan dat model is ek dat it wurk net ta bysaak wurdt. Dat is altyd it gefaar fan in biografy. It leit ommers yn de aard fan it sjenre dat de persoan sintraal stiet en dat dêrtroch it wurk foaral tsjinnet om de fizy op de persoan te yllustrearjen.

Mar neist de kontekst hat fansels de persoanlikheid ek syn belang yn in biografy. Oer Halbertsma sines is al in soad skreaun. It komt lykwols meast net fierder as ad hoc ynterpretaasjes fan bepaalde útlittingsen of it loswet sinjalearjen fan eigenskippen. Ut fâtsoen miskten, mar grif ek by tekoart oan boarren krije de seksualiteit en de lompens en ûnfoegens har gerak net. Men is grif wat dat lêste oangiet, foaral oanwiisd op útlittingsen fan oaren, en dy binne op dit stik fan saken net folle foarhannen.<sup>10</sup> Syn eigen brieven is noch wol wat yn te finen dat oer syn niger oan seksualiteit ynlochsje kin, al binne op eigen fersyk in soad brieven oan famyljelieden ferneatige.

Mar der is mear yn in persoanlikheid as seks en flokken. Ik soe noch neame wolle syn ferlet om in rol yn de publike diskusje te spyljen. Dat hinget mooglik wol gear mei syn sterk ûntwikkele getoel fan eigenwearde. Mar it punt fan de persoanlikheid lit ik fierder mar gewurde. Yn de folgjende ôfdieling fan dit stik komme de bouwstoffen fan de persoanlikheid noch oan bod. Ien opmerking lykwols noch. Fansels is der socht nei it sintrale probleem. Wy seagen dat al by Kalma. Der binne biografyen dy't alles ophingje oan ien of twa karaktereigenskippen, net iens allinnich de persoan-

<sup>9</sup> Kalma (Halbertsma, de man en syn wurk) 1970. De negative kanten komme ek goed út yn it biografyske opstel fan Hoekema 1989.

<sup>10</sup> De jonge Maurits van Lennep docht yn syn deiboek ferslach fan in moeting yn 1847 yn de diligence fan Smits nei Ljouwert en letter yn Ljouwert sels mei in flokkende Halbertsma (ôfskrift fan de moeting yn Neilittenskip J.J. Kalma, Tresoar).

likheid, mar ek it wurk. Niis hienen wy it oer in temin oan fizy. Hjir giet it grif om in tefolle. Sokke biografyen sizze faak mear oer de auteur as oer de beskreaune. Halbertsma sels skreau sokke biografyen. It wienen by him faak sjenyen of Friezen, of allebeide tagelyk. By sjenyen koe er noch alle kanten út, mar wienen it Friezen, dan waard alles oan it Frieswêzen ophongen.

Ta beslút fan dit part wol ik noch twa mear formele kanten fan de biografy even oanstippe. It tene slacht op it útgongspunt. Dat moat neffens my hieltyd de fraach nei it wêrom wêze: wêrom barde dit of dat, wêrom wie er sa, wêrom skreau er hjir oer en wêrom op dy manier? It oare hat betrekking op de oardering. Dy soe ik gronologysk dwaan. Dat past by myn kar foar in model as dat fan Bühler. Mar it is ek oersichtlik en in goeie help by 't oarderjen.

## 2 Oanlis en foarmjende jierren

Ik wol dan no neigean wêr't yn it libben fan Halbertsma de oarsprong lizze kin fan bepaalde opfettingen. Meastal wurdt gjin rekken holden mei ûntwikkeling en komt in Halbertsma nei foaren dy't no ienkear is sa't er is. Wat ûntwikkeling oangiet, myn stelregel is altyd dat de foarmjende jierren min of mear ôfstletten wurde om it tritichste jier hinne. By Halbertsma soe dat dus om 1820 hinne betsjutte. Foaral troch Joast sels binne wy oer dy jierren aardich goed ynljochte.

Ik begjin mei de erflike faktor. Oer syn âlden hat Joast sels frijwat skreaun, lykas trouwens ek oer fierdere foarâlden, foaral fan heitekant. De mem tekent er as in sakefrou, de heit as in bejeftege mar ek labyl man. Joast hat in soad fan syn heit, tink. Ik helje twa fan syn útspraken oer labiliteit fan de Halbertsmakant even oan. De earste is út 1848. Hy hat it der dan oer dat de Halbertsma's oan spleen lije. "Paulus zegt in één zijner brieven *Ik heb een duivel in mij die mij met vuisten slaat*, zonder dat enig uitlegger heeft kunnen zeggen, wie die *duivel* was. Ik houd het voor aanvallen van *spleen*, die geheel ons ziel met ijdele angst vervult en ons de toekomst als de ondoordringbare duisternis eener stikdonkere nacht voorstelt."<sup>11</sup> De oare is út 1863. Dan hat soan Hidde krekt mei goed gefolch de rektorale rede yn Leiden holden. "De gebruleerde koppen der Halbertsma's komen bij grote gelegenheden in eene onbeschrijfelijke en dikwerf gevaarlijke jacht. Niet omdat zij bang zijn, maar door het ongeduld, waarmede zij den dag der uitvoering en de reussite afwachten, even als 't driftig paard, dat voor den wagen ingespannen staat en de aarde met zijnen poten schrapet, om toch

---

<sup>11</sup> Brief fan 25-8-1848; yn Hs 1170, Tresoar/PBF; ek publisearre yn Kalma (Het gezin) 1969).

maar te mogen vooruit snellen."<sup>12</sup> Der is ek al faak op syn ûngeduerichheid wiisd, troch himsels wer aldecearst. Hy kin him min by wurk fan langer azem bepalde. Dat hat er dan ek net skreaun. Wat lang liket, bestiet út losse parten. As er yn 1827 mei syn wurdboek oan 'e gong is, skriuwt er oan Ien foar't neist H.W. Tydemann) dat er foar ôfflieding de Van Haren's op 'e parse hat: "het is toch van zo weinig samenhang, dat ik het onder de pers kan afmaken.... Het dient mij om van den arbeid, op een lange schaal, die mij wegens eenzelvigheid wel eens verveelt, eens variatie te hebben".<sup>13</sup>

Mar wy hoege wat dy lablens oangiet, net allinnich op Joast ôf te gean. Der is ek in waarmimming oer de heit fan Jan Pijnappel, soan fan in sakere-laaše fan omke Eeltsje Tsjalling Binnerts, de bûterkeeper. Dy befestiget oars allinnich mar it byld foar Joast jout. De jonge Pijnappel makke yn 1806 in reisje nei it Noarden en útfanhûze doe in deimennich by keapman Eeltsje te Grou. Op 11 maatie kaam ek Hiddo even oan. "'t Gezelschap van Halbertsma was ons zeer aangenaam. Hij was zeer vrolijk en lang niet onkundig. Jammer dat hij wat veel van de genever hield: ten minste hij gebruikte dezelve in plaats van wijn!"<sup>14</sup>

In folgjend punt is dan de jeugd op it doarp. Der is neat dat derop wiist dat dy net gelokkich west hat. Letter wurdt de berneftid yn Grou foarsteld as tige foarmjend foar it Fryske yn syn wêzen. Dêr heart ek deisjen op stedsljû by. It kin hast net oars foar ien dy't letter sa Frysk wurdt, mar oft it wier is? Efter-ôf wurdt yn sa'n gefal al gau wat ek oars rinne kinnen hie, as needsak sjoen. Ek keart 1795 gauris werom as foarbyld hoe ferdwaasd oft de lju doe wienen en hoe ferkeard oft de revolúsje útinkt is foar taal en nasjonaal karakter, mar ik ha net fûn dat er dat al ier sa fielde. Dat koe ek min, want hiel Grou liket wol hast Patriot west te hawwen.

Wy komme no by de Latynske skoolle yn Ljouwert. Hy wie alle trije kearen primus, de lêste kear, by de befoardering nei de akademy, allinnich mar mei de earsuchtichste ynspanning, sa't er sels skriuwt. Oars hie er Hylke van Hagen gjin baas bleaun.<sup>15</sup> Rektor Slohouwer hat him bekend makke mei Valckenaer en Hemsterhuis, dy't letter by syn taalstúdzje sa'n grutte betsjutting foar him krije.

<sup>12</sup> Brief oan soan Hiddo fan 18-2-1863 oer it slagjen fan dy syn rektorale orasje te Leiden en it feest dêrnei; arg Halb, st. 6, 55; Tresoar.

<sup>13</sup> Brief fan 14 juny 1827; yn Hs 746, Tresoar. Ljouwert.

<sup>14</sup> GA Amsterdam, nr. 572, 13. Sjoch oer Jan Pijnappel (Amsterdam 1791-1864) De Booy 1978, Joast hat yn 1808 en miskien ek wol langer in soad mei him omgongen. Mei him gong er bygeljks mei de skouboarch.

<sup>15</sup> "Primus van de eerste en de tweede school gekomen, maar Hylke (van der Hagen) legde mij 't vuur na aan de schenen, dat ik vreesde secundus naar de academie te zullen gaan, en 't was slechts met de eerzuchtigste inspanning, dat ik 3 fouten tegen hem 10 had" (H. oan Eekhoff, 16-2-1862: 7-1-1806: "1.JH. 2. F.S. Eppens, 3. J.C. Driesten, 4. en wegens zijne verdiensten dus buitengewoon gepromoveerd wordende, H van Hagen"; Halb, st 6, út LC 20—6 (?)-1806; Tresoar).

It folgjende stasjon is Amsterdam, dêr't er studearre. Hy hat him dêr wol manifestearre. Fan in Gr. A., in leeftydgenoat, dy't blykber mei him studearre hie, hearde Dirks fuort nei syn dea "veel van de vrolijkheid en geestigheid van J.H.H. als student."<sup>16</sup> Hy skynt ek redefierings oer letterkunde yn Felix Meritis holden te hawwen.<sup>17</sup> Wy sille wol net fier mis wêze as er hjir yn dit hiel oare fermidden syn niget oan paradoksen ûntwikkele hat. Dat heart by de studintetiid en ek by ien dy't as provinsjaal út Fryslân yn Amsterdam komt. Yn 1857 skriuwt er oan soan Binnert hoe't er fyftich jier lang yn striid mei syn nasjonaal karakter (as "stugge, onbuizgame en ongetemde" Fries, bedoelt er) komedezje spylje moatten hat. Kompliminten meitsje, dat is it wat de lju wolle.<sup>18</sup> Ik tink by dy paradoksen oan lettere útspraken lykas dizze dat er op in Grouster merkenacht berne is en dus in merkepop is, of dat er mei de jonges fan Grou yn it wylde opgroeid is en ek oan syn idee dat de Germaanske geast burlesk is.<sup>19</sup>

Ik soe ek de oarsprong fan syn niget oan it sjeny hjir yn Amsterdam sykje wolle. Hy learde fia Jeronimo de Vries Bilderdijk kennen en naam ek fan De Vries syn grutte wurdearring foar de Van Harens oer. Dy De Vries wie op keunsthistoaryk gebiet in gesachhawwend man yn Nederlân en Joast seach him faak. "Ik kan u verzekeren," sa skriuwt er yn 1836 oan Abraham de Vries (de heit fan Matthias en de broer fan Jeronimo), "dat mijn hart opengaat, wanneer ik den naam der Vriesen hoor noemen, zoo aangenaam doen mij de herinneringen aan, die ik uit dien vrijen, geestigen en degelijken huiselijke kring van Gerrit de Vries heb overgehouden."<sup>20</sup> Bilderdijk en Van Haren waarden skatten foar it libben.<sup>21</sup> Har neamde er yn 1851 bygelyks "de groote onsterfelijke mannen," dy't "leefden, ja, in dien tijd, maar zij behoorden niet aan dien tijd, welke zij met al het vuur eener diep verontwaardigde ziel verfoelden."<sup>22</sup> Ta de sjenyen rekkene er ek Hemsterhuis, waans wurk er hjir ek kennen learde.<sup>23</sup> It seit himsels dat oaren yn Joast syn eagen al gau midsmjittich wienen. Yn 1838 hjit it dat it langer allegearre mediokriteiten

<sup>16</sup> Hs I 161, Tresoar.

<sup>17</sup> Halb.st. 36.16; Tresoar.

<sup>18</sup> Ofskrift fan in brief fan 2 oktober 1857; 070.043.6, Tresoar.

<sup>19</sup> Yn it stik "Myn Libben," ed. Kalma/Poortinga 1971, 13; resp. it stik oer it burleske, útjûn yn Kalma (Kent gij) 93-96.)

<sup>20</sup> Brief fan 6-12-1836; Ltk 1868, UBL. In útspraak fan Jeronimo dy't Joast nei jierren noch ophellet, is: "de natuur zal haar gang wel gaan, zonder dat hij het berekent." Dat sloecht op J.H. van Swinden: "De Vries bestrafte mij dat ik zo veel werk van de collegies van den groten man maakte." Lykas alle learlingen fan Wytenbach, Van Lennep en oaren swarde Joast by "de grote school van Hemsterhuis die mathesis met Grieksch en Latijn verbond." (Hs 166; Tresoar).

<sup>21</sup> Syn persoanlike kunde oan Bilderdijk ûntste yn 1825; sj. Breuker 1994. Oer Onno Zwier van Haren hold er op 8-3-1820 in lêzing foar it Nut te Ljouwert: Nut 23, GAL; de lêzing is bewarre as Hs 829, Tresoar).

<sup>22</sup> Halbertsma 1851, s. 82.

<sup>23</sup> Sjoch noat 18.



binne. Hy ferwiist dan nei *Genie en menschengest* III 179. “Men vindt niet meer die grote mannen.”<sup>24</sup>

Ta de Amsterdamske tiid heart grif de kar foar folkstaal boppe kultuurtaal.<sup>25</sup> It giet hjir om in ferbysûndering fan it mear algemiene ûnderske tusken it beskaafde Hollân en it barbaarske Fryslân, dat syn woartels al yn de Midsieuwen hat.<sup>26</sup> De foardrachten fan Arend Fokke Simonsz yn Felix Meritis makken grutte yndruk op him. “Met een hoofd opgepropte vol van geleerdheid laat hij de burgerluidjes in hunne eigene taal met eene onnavolgbare waarheid spreken, en hij is de enigste, die van de Hollandsche *sprektaal* een juist denkbeeld geeft. Onze deltige, maar niet zeer critische natie houdt Focke voor een boufôn, maar zal daarover door een schranderder nageslacht worden uitgelachen.”<sup>27</sup> Ek yn de tiid dat Halbertsma him hearde wie oars net elk like wiis mei Fokke.<sup>28</sup>

Foar Halbertsma wie de folkstaal de utering fan in krêftich folkslhbhen. Fan de plature taal fan it ferdoarne part fan Parys hâldt er net, dat lit er leaver oan oaren oer, seit er: “Ik houd meer van die platte taal, waarin de bevelen gegeven werden, toen onze kanonnen Neerlands magt en glorie over den ocean uindonderden, het zij bij het verbranden van de Royal Charles op de rivier van Chatham, het zij in den driedaagschen zeeslag, het zij in zoo vele watergevechten, waarbij de Janfjes van Amsterdam of de Friessche tsirlen de vlag van de mast der vijandelijke schepen stroken.”<sup>29</sup> Fan Dickens hold er ek net. Dy miste yn syn eagen wurdearring foar it folk. “De Peckwigsclubs maken de Engelschen bekend met hun canaille. Hoger dan de apotheker en de eerste tuitrice van een pensionaat klimt de auteur Dickens niet. In Frankrijk zou zulk een boek geen opgang maken. In Engeland, waar de Lord door zijn exclusive manners van de andere wereld gescheiden is, is hij nieuwgierig om het canaille, dat hij niet in natura mag leren om het fatsoen, uit de boeken te leren kennen. De Romans, die zo laf –?” (de sin brekt ôf).<sup>30</sup>

---

<sup>24</sup> Oantekenboekje, 322 Hs, Tresoar. It is my net slagge in eksimplaar fan it boek ûnder eagen te krijen.

<sup>25</sup> Halbertsma set se mear as tenkear foarinoar oer; sj. bgl. Kalma (Kent grij) 1969, 219).

<sup>26</sup> Breuker en Janse 1997, ss. 45 e.v.

<sup>27</sup> Brief oan Dep. Steaten fan Fryslân, 27-6-1865. Ynfloed fan Fokke wiist Visser 1969, 168-169 oan.

<sup>28</sup> De Amsterdammer Jan Pijnappel, in freon fan Joast, hearde him op 19 april 1808 yn it Nut en skreau yn syn delboek: “Het stuk dat hij voorlas was niet anders dan een satyre, bijzonder tegen onze geref. predikanten, waarvan hij een stuk 3 of 4 van de voornaamste uitkipte en dier prediktrant op een hatelijke wijze afschetste. Het geheel ademde een geest van profaniteit.” Mar hy wist troch syn smaklike foardracht, feromring fan stim by oare persoanen en troch “raare passages” de Jhu wol oan it laitsjen te krijen. (argyf Pijnappel, Delboek Jan Pijnappel; 572, GA Amsterdarn.)

<sup>29</sup> *Overtijdselsche almanak* 1845, s. 249.

<sup>30</sup> 1838; oant boekje 1834-1839; 322 Hs, Tresoar.

Ta beslút wat Amsterdam oangiet: neffens eigen ferklearring is er hjir mei de stúdzje fan de âlde Germaanske talen begongen. Mooglik hâldt dy belangstelling ferbân mei it belang dat yn dizze tiid wer takend waard oan it Frysk as in hiele âlde taal. Hy sil ek heard hawwe fan Ten Broecke Hoekstra, dy't yn Amsterdam wenne en om 1811-1812 hinne mei histoaryske taalkunde úteinsette.<sup>31</sup> Mar fan dy iere jierren binne op dit punt fierder gjin neiere bysûnderheden bekend.

En dan noch Boalsert. Dêr kaam er yn 1814. Hy hat der noch wat fan de âlde republikeinske geast fûn dy't er letter sa misse soe. It Boalserter fermid-den, sa't er dat yn 'It Bolsarter Nut' yn de *Lapekoer* en yn de folle lettere taljochting beskriuwt, liket tekene te wurden mei Amsterdam yn 'e achterholle. Dêr wie de Hollânske ûnnatuer, hjir de âlde Fryske ienfâld, dêr de skieding fan de stannen, hjir de ienheid. Tenearsten doe't er te Boalsert siet, gong er ek noch wol nei Amsterdam ta. Sa rekke er dêr op 7 novimber 1816 yn Felix Meritis mei Bilderdijk oan de praat, oer hoe't de wierheid faak by tafal fûn wurdt.<sup>32</sup> Yn Boalsert moat er ek wer skittere hawwe mei syn geastichheid. Hy tekene yn 1827 by it fersjierren fan boargemaster Johannes Haitisma op dat dy yn praat en manieren de rauwens hie fan in libertin forcee, mar dat er der sels ek wat mei koe, blykt wol út har briefwiksel.<sup>33</sup>

Underwilens wie er yn Boalsert ek mei de stúdzje fan it Frysk begongen. Wissichheid datoangeande is der net earder as yn 1819, as er kontakt mei Wassenbergh oer Gysbert Japix hat.<sup>34</sup> It oare jiers makket syn eardere lear-master Koopmans bekend dat Halbertsma, "gelijk in de Oude, zoo ook in de Vaderlandche en Friesche Letterkunde bedreven," him koartlyn opheldering jûn hat oer in útdrukking yn Nijsgierige Jolle fan Gysbert Japix.<sup>35</sup> Grif mei troch Beucker Andreae, dy't er om 1815 hinne kennen leard hie, krige er kontakten mei de gûverneur, Aebinga van Humalda, en sa sjogge wy him dan yn datselde 1820 ek op it nasjonaal-Fryske banket ferskinen dat Humalda, de gûverneur, nei ôfrin fan de publike huldiging fan Nieuwold oan inkelde befoarjochten joech. En hjir ek wer joech hy "met zijn gewone boert en naïviteit smakelijke piquante saus ten beste."<sup>36</sup> Yn 1822 komt er dan sels mei in taalkundich stik oer Gysbert Japix; sa't er seit, út syn skûlplak, om "aanstonds als berisper der beroemdste taalkenners van Nederland" op te treden.<sup>37</sup>

<sup>31</sup> Breuker 1989 II, s. 50, s. 98; Gerla-De Bruin en Bremmer 1994, s. 37.

<sup>32</sup> Breuker, 1994, ss. 2-3.

<sup>33</sup> De brieven fan Halbertsma binne bewarre, yn it argyf fan it St. Antonygasthús te Boalsert.

<sup>34</sup> Brief fan Halbertsma oan Wassenbergh fan 27 sept. 1819; Hs 1326, Tresoar.

<sup>35</sup> Koopmans 1820, ss. 332-333.

<sup>36</sup> Breuker (Salverda) 1981, s. 14.

<sup>37</sup> Halbertsma 1822, 631. It stik is tekene op 10 july 1822.

It liket ~~d~~an ek wat in riedsel wêrom't er krekt doe Fryslân ferliet. Op 17 juny 1821 ~~d~~ilde er syn gemeente mei dat er om finansjele redenen in berop nei Devent ~~e~~roannommen hie.<sup>38</sup> Wie Fryslân him te lÿts wurden?

### 3 Opbou fan in posysje

Ear't ik yn ~~g~~ean op ûntstean en ferrin fan Halbertsma syn wurk op it gebiet fan filology, literatuer en folkskunde, jou ik by wize fan ynlieding earst in skets fan F-Halbertsma syn feroarjende posysje binnen de Fryske wittenskiplike ferhâldingen yn de jierren tweintich. Ik hie it krekt oer in riedsel, mar sa friemd is it miskien dochs net dat er yn 1821 net yn Fryslân bleau. It Gysbert Japixfêst, dat de rjochting fan syn stúdzje de earste jierren dêrnei foar in grut part bepale soe, wie doe op in sêft sin set. Dat it trochgean soe waard earst dúdlik doe't er krekt nei Deventer ferlearn wie. Oan it skriuwen fan Fryske literatuer tocht er noch net, dat kaam pas yn 1828. En syn taalstúdzje wie noch nei spesifyk op Fryslân rjochte. Gysbert Japix kaan der gewoan tuskentroch, hoefolle tiid oft er dêr ek by op set hat. Net earder as yn de jierren fyftich, doe't er einlik foargoed oan syn wurdboek takaam, waard it Frysk haadsaak. Oant dan ta hat er him foaral proflearre as de kenner fan de Germaanske talen, dêr't it Frysk fansels in belangryk aspekt fan wie, mar oan de publikaasjes te sjen it Nederlânsk suver net minder. Dat kin makke hawwe dat krekt Deventer mei syn ateneum en biblioteek him lusen hawwe.

Mar troch syn stúdzje fan Gysbert Japix en alles wat dêr oan stúdzje fan de Fryske dialekten mei anneks wie, waard er dochs sûnt Ikerhôch 1822 yn de gelearde wrâld de belichening fan alles wat Frysk wie. En flort openearre him de trek dy't wy miskreftsa al seagen en dy't karakteristyk foar him bliuwe soe, te sizzen syn ferlet om alles oars en better dwaan te wollen as oaren. Hy naam stelling tsjin Epkema, dy't him tefolle fan de skriuwaal útgong.<sup>39</sup> Fersette him ek tsjin ien as Jacobus Scheltema, dy't Gysbert neffens him tefolle fan Nederlânske skriuwers en foarbylden ôfhinklik makke hie. Aparte figuren as Paulus Scheltema, Rinse Posthumus en Knilles Salverda socht er kontakt mei en dy waarden him dierberder doe't it mei de oprjochting fan it Frysk Genootskip yn 1827 mei it Frysk en de Fryske kultuer al gau in oare, mear deftige kant út gong.

Guodden as sy fertsjintwurdigen yn har eigensinnigens en ûnôfhinklikheid foar him it echte Fryske folkskarakter, dat er yn de wrâld om him hinne weiwurden en foar boerskens holden seach. In Fries stie op himsels en moast

<sup>38</sup> Kroes-Liegenberg 1952, ss. 25-30. Hoekema hat it socht yn kriisde earsucht, dat it him net slagge wie om de Boalsertser mennisten grutter finansjele offers bringe te litten, mar dy ferklearing liket my tefolle ta Boalsert allinnich as reden behiind – hoefolle oft Halbertsma oars ek om jild joech (Hoekema 1950).

<sup>39</sup> Pieter Breuker 1973.

neat hawwe fan genoatskippen. Dêrom tekene er Salverda by syn ferstjerren krekt yn dat Genoatskip sa as er dat die, en dêrom die er dat goed tweintich jier letter mei Posthumus op 'en nij, no boppedat ek noch foar de like deftige Leidske Maatskippij. "Eén ding geloof ik UWEGestr. te kunnen verzekeren, dat hij, die Posthumus naar het leven tekent, noch aan de theologen, noch aan de politici, noch aan de literatoren der Provincie Holland zal bevallen," skreau er yn antwurd op it fersyk om in libbensberjocht.<sup>40</sup> Mar ek it Frysk Genoatskip moast it wer ûntjilde. Dat begong fuort mei de oanhel' al. Op fersyk fan it Genoatskip waard dy feroare. Wat der stien hat witte wy net, allinich dat er "de passage wegens het verzoek, door het Friesche Genootschap aan mij deswegens gericht, eruit zal laten."<sup>41</sup> Wat derfoar yn it plak kaam, sil it Genoatskip net folle wizer mei west hawwe. No begjint it mei "Toen de Leidsche Maatschappij mij onlangs uitnoodigde" en wurdt oer it Genoatskip net mear praat. Yn in noat lykwols wurdt it ymplisyt as ûnbenullich ôfskildere: "Ook de Leidsche Maatschappij van Nederlandsche Letterkunde gaf ik op vereerend verzoek eenig bericht wegens Ds. Posthumus, doch zeer beknoot, aangezien de beperkte ruimte in de verhandelingen der Maatschappij geene uitweidingen van provincialen of plaatselijken aard toelaat."<sup>42</sup>

De kennis fan it Frysk fan de Genoatskipslju hie er ek net heech. Hy wurke dan ek net mei oan it Genoatskip. Krektoarsom, syn strjibjen waard it Genoatskip yn alles in pyk te setten, oft it no om it sels meitsjen fan literatuer gong, it opsetten fan in tydskrift, it plan om foar de hânskriften fan Junius nei Oxford te gean of it skriuwen fan in Fryske grammatika.<sup>43</sup>

It slagge him tenearsten aardich, mar doe't yn de rin fan de jierren fjirtich it Genoatskip fêstere grûn ûnder de fuotten begong te krijen, wie it fansels net langer mooglik om it fol te hâlden, ek al soe er wollen hawwe. It hoegde ek net mear. Hy hie op mear as ien front fan it Genoatskip wûn. Likegoed hold er him ek doe fier fan it Genoatskip. Publisearje yn *De vrije Fries* die er amper en syn antikiteiten en boeken makke er oan de Provinsje ta, net oan it Genoatskip. It koe him ek woltris min oansien hawwe dat de Provinsje yn 1853 dy âldheden wol hawwe woe, mar se fuort ferienige mei dy fan it Genoatskip. Wêrom soe er oars sa lang wachte hawwe mei it neikommen fan syn oanbod en wêrom soe er oars ûnderwilens noch yn him omgongen litten hawwe om se oan in genoatskip yn Ingelân te jaan?<sup>44</sup>

<sup>40</sup> Brief oan J.T. Bodel Nijenhuis, 6-12-1859; Ltk 1004, UB Leiden.

<sup>41</sup> Ofskrift brief fan Halbertsma oan J. Dirks fan 1 maart 1861 yn Neilittenskip J.J. Kalima, Tresoar. De oarspronklike brief is net te finen.

<sup>42</sup> Halbertsma 1862, s. 207.

<sup>43</sup> Breuker 2001, 15-18.

<sup>44</sup> Op 4 maaie 1853 namen Deputearre Steaten it oanbod oan, yn oktober fan dat jier hie it Genoatskip syn âldheden yn it lokaal brocht dat de Provinsje dêr beskikber foar steld hie, mar Halbertsma moast frege wurde om sines no ek te stjoeren en it waard augustus 1854 ear't it safier wie (cf. Boschma 1969, 288-289). Yn maart 1854 wie Elise van Callear by him en dy skreau doe dit: "Zijn huis is een rijk

En neist it Frysk Genootskip binne der oare genootskppen en fermiddens te neamen der't er troch wurk of niget by hearde mar om har sleuwwens net by hearre woe. Oer syn *De Doopsgezinden en hume herkomst* út 1843 merkt Kalma nei kennisnimmen fan de kontemporêre krityk fan Muller, Boeke en Cramer op, dat Halbertsma dreamt waard om it te skriuwen omdat er de selgensechsumens yn tsjerklik fermiddens net ústean koe, in selgensechsumens dêr't oan him by foarby libbe waard, en Kalma wist dan – grif mei rjocht – op de oerienkomst mei de affêre-Bowring fan fyftjin jier earder: “Als Bilderdijk, zijn vriend, werd ook hij een grote ongenietbare”.<sup>45</sup> Skeppe waard by Halbertsma, sa kin men gauris sizze, út ferset en argewaasje berne.

## Fiilology

Wy komme no op de motiven en faktoaren dy't meispile hawwe by syn wurk op it gebiet fan taal- en kultuerstúdzje. Ik rjochtsje my yn haadsaak op de tiid dat dy min of mear har definitive foarm krigen, op de begjinjierren dus. Wy begjinne mei de fiilology.

Halbertsma hie in grutte hekel oan Siegenbeek, de gesachhawwende taal-kundige fan har tiid. It wie de man fan it skriuwaathollânsk, dat Halbertsma krekt sa tsjinstie. De ôfkear fan Siegenbeek dielde er mei Bilderdijk en it hat in soad kâns dat de freonskip mei Bilderdijk dêr foar in belangryk part op basearre wie. Sy fielden har yn har taalskôging fier boppe de ‘Siegenbeek-sche bernde’ ferheven.<sup>46</sup> Ta in konfrontaasje kaam it yn 1836. It Ynsitút fan de Twadde Klasse, dat is te sizzen de foarsitter Siegenbeek, hie doe krityk op syn ‘Het taalkundig reisplan,’ dat er foar publikaasje oanbean hie. Hy hie it stik yn 1833 foar in selskip fan Leidske taalgelearden skreaun en der al syn kennis fan âlde talen by opset. “De geleerde schrijver mogt zijn opstel omwerken, uitbreiden, staven en, hier en daar, duidelijker maken,” wie de mening fan Siegenbeek. Neffens Tydeman sei er dat út wrak, om Halbertsma de mannichfâldige ôfkekeningen mei syn Hollânsk en syn stavering mar betelle te setten.<sup>47</sup>

---

museum en zóo bebelgd is hij over de onheuschheid der Hollandsche genootschappen, dat ik het plan in hem meende te ontdekken om zijn kabinet buitenslands zenden, het aan een of ander Engelsch gezelschap te vereeren” (Sikemeijer 1921, 898; brief fan 16 maart 1854 oan G.D.J. Schotel).

<sup>45</sup> Kalma 1950. Cf. foar wat de affêre-Bowring oangiet, Breuker 2001, 14-15.

<sup>46</sup> Breuker 1994, ss. 8-9.

<sup>47</sup> It stik sels mei it oardiel yn de hân fan Siegenbeek en in brief fan Tydeman fan 18-3-1838 yn 122 Hs, Tresoar. Desimber 1835 wie Halbertsma al ûngeuldich: hy stelde út om it stik yn Dewener ynstee fan yn Leiden printse te litten, mar Tydeman doarst der bûten Siegenbeek net oer te besluten (brief dêr't de datering fan út de ynâld ôflaat wurde kin, fan Halbertsma oan H.W. Tydeman mei antwurd fan Tydeman, 6185 Hs, Tresoar). Oer it stik: Feilisma 1996.

Halbertsma wie razend. Dat wie ek gjin niget fansels. Hy hie, oantrune troch broer Eeltsje, mei it stik trochbrekke wollen as de filolooch fan it Nederlânsk.<sup>48</sup> En hie it by dit iene konflikt dan ek noch mar bleaun. Mar ek mei in oar dreech en ambisjeus stik wurk rûn it doe krekt yn dyselde tiid speak. Halbertsma hie in antwurd ynstjoerd op de priisfraach foar 1836 fan Teylers Genoatskip te Haarlim oer de tanimmende wansmaak fan de Nederlanners foar it toniel. It wie ien grutte ôftekken mei de tiidgeast. It waard net bebroand. De beoardielers fûnen it op ien nei dy't it oars net as bombast en deklamaasje neamde, allegearre in belangryk stik en mear as ien neamde it sels geniaal. Se woenen it wol publisearje as de skriuwer it noch wat feroare.<sup>49</sup> Dêr fielde Halbertsma lykwols neat foar. Hy soe it sels wol útjaan; de hearen wienen neffens him kel wurden fan "enige wilde of onbeschofte uitdrukkingen, welke ik bij de correctie 1837 aan mij houd te retoucheren ... Ik zal nu punten aanroeren, voor welke ik mij bij vreesachtige menschen in agt moest nemen, en ik zal tonen, dat ik alleen meer moed heb dan alle de Heren van Teyler met elkander, Gij, oude patriot, uitgezonderd," skreau er oan Abraham de Vries (ek ien fan de beoardielers). Mar dat sels útjaan is it net fan kommen.<sup>50</sup> Hy bedarre yn in swiere depresje, doe't er yn 1839 ek nochris passearre waard as heechlearaar.

Wol liet de affêre mei it Ynstitút spoaren nei. Yn de opdracht oan Castiglioni fan de *Letterkundige Naooft* fan 1840 skriuwt er dat er him mei dat boek net ta dizze of jinge Nederlânske taalkundige rjochtet, dy't ommers dochs fan neat wit, mar ta de gelearden fan de Germaanske talen dy't wol op 'e hichte fan 'e tiid binne of dat lykas hysels wurde wolle.<sup>51</sup>

Yn 1836 sels hie er oars noch fol striidlust west. Mei Siegenbeek soe er wol ôftekkenje, sa hie er oan Jacob van Lennep weromskreaun doe't dy him yn datselde 1836 berjocht dien hie dat er ta lid fan it Ynstitút beneamd wie. "In 's hemels naam, mijn vriend! Waar moet dat heen, als gij mij en consor- ten tot leden van het Instituut promoveert? Want dat geeft naam, en de men- schen denken natuurlijk dat men daar reden voor heeft. En daar ga ik mij vertellen in rijm en onrijm, in druk en discours, dat Siegenbeek niet eens de

<sup>48</sup> Cf. it herhelle oantrúnjen dêrta fan broer Eeltsje. 1-11-1833, Eeltsje oan Joast: "Het verwondert mij dat gij dog niet iets meer over onze vaderlandsche philologie in de waereld zendt"; 1836 (brief 42, net netier datearre), Eeltsje oan Joast: "Siegenbeek raakt toch eerstdaags van de troon en wie zal men dan vinden? Ik raad u inzonderheid iets over de Nederlandsche taal uit te geven." (Halb.st., Tresoar).  
<sup>49</sup> It antwurd, mear as twahûndert bleidsiden lang, sit yn it Argyf fan Teylers Stichting, ynv.nr. 1570, it kommentaar fan de beoardielers yn ynv.nr. 8. In brouillon fan it antwurd is 16 Hs, Tresoar. Ik ha my foarommen it antwurd út te jaan. It is in typysk Halbertsma-stik, fol útweidingen, útfallen en ferhearliking fan de santjinde ieu, mar it liket my ek in unyk stik, en dat net allinnich binnen it wurk fan Halbertsma sels. My is út deselde tiid gjin oar stik út ús lân bekend dat sokke ynteressante beskouwings oer de ferhâlding fan muzyk en toniel jout.  
<sup>50</sup> Brief fan Halbertsma oan Abraham de Vries fan 6-4-1837, Ltk 1868, UBL.  
<sup>51</sup> Halbertsma (LN) 1840, IX-X.

assimilatie der letteren begrijpt. Nu eens op zijn kist/ Gepist/ Wie zal 't ons beleten?/ Heel het rijk van taal en dicht/ Nu zijn mond gesloten ligt./ Knielt voor onze wetten.” Gif lieden gaat de profete van onzen vriend Iogenstraffen, en met de luis in de pels te poten zal Siegenbeek geen anderen letterkundigen invloed blijven oefenen, dan op de malsche schoolmatresjes. Tot verzagting van zijn lust hoop ik van Uw Christelijk mededogen, dat gij hem van Trui een permissie billet verwerft om bij het bezoek der scholen de netende lippen der secondantes te kussen en haar in zijne lessen van proef-ondervindelijke natuurkunde te leren *the use of the globes*, als hij namelijk *globes* heeft.” Ik jou dit sitaat, sa 't jim begripte, net allinnich om de kwesfje mei Siegenbeek sels, mar ek om de manier sa 't er dy bestriidt.<sup>52</sup> It rym, sa moat noch sein wurde, waard blykber Siegenbeek sels yn de mûle lein. De man fan wa 't de lippen stelten binne, moat Bilderdijk wol wêze.

Stridlust toant dy oant no ta ûnbekende brief oan Van Lennep ek noch op in oar punt. Dit stiet der ek yn: “Ik heb gister een brief van mijn Vriend Jacob Grimm uit Göttingen gehad, die mij de uitgave van Helu door de Belgen in het gezicht wrijft. Ik wilde dat het Instituut daarop antwoordde, door de uitgave van Maerlant.” It hat jierren duorre, mar it is úteinlik wol trochgongen en it soe Halbertsma syn masterwurk op it gebiet fan de histoaryske taalkunde wurde. Heit en soan Van Lennep fersoargen de útjefte, Halbertsma levere kommentaar en oantekeningen. Hy hat der al syn tiid fan 1846 oant 1851 yn stutsen.<sup>53</sup> It moat in uterste krêftfysnspanning west hawwe. Yn 1847 liet er de Van Lenneps witte dat er besocht hie om op de hichte fan de wittenskip anno 1847 te skriuwen, sadat Jacob Grimm him net foar it wurk fan syn freon hoege te skanjjen. Dêrom sil it dan ek west hawwe, dat er krekt yn 1847 soan Petrus, dy 't doe yn Berlyn studearre, frege om it bêste boek oer de Germaanske klankferskowing.<sup>54</sup>

It gong der ek mar om dat er de lju fan de krekt oprjochte ‘Vereeniging ter bevordering der oude Nederlandsche letterkunde’ de baas bleau. Dy “Vereeniging van jonge lieden,” sa 't er se neamt, joech ommers “commentarius bij commentarius” út. Oft dat slagge is, mocht noch wolris útsocht wurde. Mar wis is al, dat de útjefte in jier of wat letter troch twa fan dy jongelju oerdien

<sup>52</sup> By Van Lennep koe it blykber wol wat lije. Dy hie earder dat jier mei Halbertsma en Fontein troch súdlik Fryslân reizge om stof en ideeën op te dwaan foar syn ferneamd wurden histoaryske roman *De Roos van Dekama*. Halbertsma referearret dêr grif oan as er skriuwt: “Fontein is in de wolken over onze conversatie” (brief oan Jacob van Lennep fan 31-8-1836; arg 238/ 274 (Van Lennepargyf), GA Amsterdam).

<sup>53</sup> Sjoch syn stik oer de skiednis fan de útjefte yn Kalma (Kent gij) 1969, yn it bys. 153.

<sup>54</sup> Hoe 't dy Frach ynterprearre wurde moat ferskil ik oer fan miening mei Tony Feisma. cf. Breuker (Bilderdijk) 1994, 7; Feisma 1997 en Breuker 1997.

waard. Dat wienen Matthias de Vries en Eelco Verwijs, al wie dat net sasear om Halbertsma syn oantekens as om it minne wurk fan de Van Lenneps.<sup>55</sup>

## Literatuer

Op in oar plak ha ik al skreaun dat Halbertsma bêst ris pas besletten hawwe koe om Fryske literatuer te skriuwen doe't it Genoatskip yn 1828 mei syn *Jierboekje* út komme soe. En ek dat it ûnderwerp fan it earste Frysk woltris ymplisyt gekoanstekkerij mei fermiddens as Genoatskip en Constanter wêze kin.<sup>56</sup> Foar har sêftsedigens sette hy mei syn Bolserter Nut en jild rauwens en nofterens oer. Mar der is fansels noch in oare omstannichheid. As broer Eeltsje ûnderwilens gjin Frysk skriuwer wurden wie, hie er der miskien net iens oan tocht om it no sels te wurden.

Oer syn literêre opfettingen kin ik koart wêze. Wat ik der yn 1993 fan sein ha yn de wrêtjefte fan de *Rimen en Teltsjes* bliuw ik noch wol by. Syn wurk is yn haadsaak satirysk of rikt nei it sublime. Dat lêste hie ik noch wol by neame kinnen de fertalings dy't er om 1830 hinne út it Ingelsk makke oer de effekten fan muzyk op it gefoel en oer in kosmyske erfaring.<sup>57</sup> En ik hie ek wol ferbân lizze meien mei syn sjenytinken.

In inkelde wurd wol ik noch sizze oer syn styl fan skriuwen. Fan syn *Het geslacht der Van Haren's, fragmenten*, dêr't er dan mei oan de gong is, skriuwt er yn 1827 dat it ding sa bûnt as in ekster wurdt: "allerlei lappen hang ik er aan. ... Het zijn dus de bochels mijner luimen".<sup>58</sup> Dat liket my in goete typearring foar in soad fan syn wurk. Fierder is dy styl as alle styl fansels alderearst in saak fan tink- en ferbyldingskrêft, en dy hie hie er net te min. By syn Frysk komt dêr noch wat by. Dêr sit in soad by dat mei sin oanbrocht is omdat er folkstaal skriuwe woe. En hoe't er dat die, dat wie neffens de regels fan de elocutio. Eeltsje Halbertsma hie wol wollen dat er de prosody fan Vossius sa goed yn 'e kop hie as hy, skreau dy him in kear.<sup>59</sup> Syn manier fan dwaan is moai te sjen oan syn ferfrysking fan de foardracht oer it jild dy't er op 24 maart 1829 foar it Deventer Nut holden hie en dy't er

<sup>55</sup> Sjoch de lilke brief fan 13 augustus 1847 oan de Van Lenneps, GA Amsterdam 238 (argyf Van Lennep), nr. 274.

<sup>56</sup> Breuker 2001, 15. Sj. ek Breuker (Heilingen) 1997, s. 13.

<sup>57</sup> Uijûn yn Kalma/Poortinga 1971, ss. 91-92 en ss. 93-95. Sjoch oer it ferbân tusken it sublime en muzyk yn Halbertsma syn tiid: Brillenburgh Wurth 2002 (mei tank oan dr. Derk Jansen, dy't my nei ôfrin fan de lêzing op dit krekt ferdigene wurk wiisde).

<sup>58</sup> Brief fan 14 juny 1827 oan in ûnbekende, mar dat is foar't neist H.W. Tydeman (yn Hs 746, Tresoar, Ljouwert).

<sup>59</sup> Net datearre brief fan Eeltsje oan Joast út 1836 (nr. 48); Hs 1169, Tresoar.



no fuort moai brûke koe foar de nije *Lapekoer*.<sup>60</sup> Ik jou in foarbyld. Yn it Nederlânsk stiet der: “vrouw liefste ging alle avonden naar een kranse,” en dêr makket er fan: “Syn okkebyld fan in wiif, onsjutske moai mei har bleist’rige jûpe oan, en de eagen yn in bosk wylde lokken betrollemolle, hie alle jûnen in oansit fan rabhige froulju, dêr nin lewaskes, nin kolje mei tsjokke rjenn-me, of twiebakken mei bytlingen, sparre waarden.” It is dus allegearre oanfollingen en fersieringen. Hy moat it wurdboek dat er begjin 1829 op in fyftich wurden nei klear miende te hawwen, der foargood by hân hawwe. Fansels feroare er de omstannichheden ek: wat op de sitewaasje yn Dimter sloech, waard ferpleatst nei Fryslân.<sup>61</sup>

## Folkskunde

En dan ta beslút de Fryske folkskunde. Halbertsma syn folkskundige belangstelling foar Fryslân begjint mei Hylpen, dat is wier, mar wat net wier is, is dat dy al yn 1820 bestien hawwe soe, sa’t algemien tocht wurdt. It earste wisse teken fan folkskundige belangstelling is it opstel oer wite wiven yn de earste *Overijsselsche almanak*, dy’t yn 1836 ferskynde. Dat is giin Frysk ûnderwerp. Folkskundige belangstelling foar Hylpen datearret mooglik net fan foar 1838.<sup>62</sup> Alhiel wis is dat jier 1838 oars net, want al yn 1831 hat der in pelear oer Hylper saken tusken Jac. Scheltema en him west. Mar dat gong doe út fan Scheltema en út neat blykt dat Halbertsma doe al belangstelling foar de Hylper folkskunde hie. Scheltema wie doe dwaande mei in publikaasje oer frijen en trouwen yn hiel Nederlân. Mooglik hat Halbertsma him in pear adressen neamd dêr’t er ynljochtingen krije kinne soe. Scheltema neamt teminsten yn in brief fan 12 novimber dat jiers oan Halbertsma dat er noch neat fan Buma en Van Baunach oer Hylpen heard hat. Dêrom freget er Halbertsma oft dysels net mear wit.<sup>63</sup> It antward is net bekend, mar it docht al bliken dat Scheltema mear oan de weet kommen is ear’t er it boek op 30 maart 1832 ôfstieat. Nammen fan ynfornanten neamt er nearne, ek yn it gefal fan Hylpen net, mar al wurdt fan Halbertsma earder yn it boek sein dat

<sup>60</sup> Dat er dy ek te Boalsert holden hat stiet der net op, al seit er dat tritich jier letter al: Kalma (Kent gjif) 1969, s. 187.

<sup>61</sup> 621 Hs, Tresoar: *Kimen en Teltstjes*, ed. 1993, s. 54

<sup>62</sup> Yn dat jier skreau er foar’t neist 237 Hs, dat dat jier sels jout. 1820 komt der ek yn foar, as er de earste kear neamt dat er yn Hylpen west hat, mar dat is dâdlikernôch net it jier fan skriuwen. Kalma hat it hânskrift, sjf it mei in fraachteken, op 1820 set (Kalma (Kent gjif) 1969, 296). It is úfjân troch W.T. Beestsma yn de *Friso* fan 1972-1973 (feonlike meidieling fan Gosse Blom). Halbertsma syn de taalkundige belangstelling foar it Hylpers datearret fan ca. 1826 (Pieter Breuker 1973, ss. 13, 32).

<sup>63</sup> Brief fan 12-11-1831: 6185 Hs, Tresoar.

dy in protte Hylper “oud Friesche *bruilofsliederen* en andere gezangen” opspoard hat en nei’t te hoopjen is, ynkoarten ek útjaan sil.<sup>64</sup>

It liket dus wol fêst te stean dat it inisjatyf om stúdzje fan de Hylper folkskunde te meisjen fan Scheltema útgongen is. It resultaat binne seis siden oer gebrûken by frijen en trouwen, dêr’t ek bysûnderheden oer de klean yn meidield wurde. Men soe tinke dat dat pionierswurk letter mei eare neamd wurde soe, mar frjemd genôch bart dat nea. It is alhiel fergetten, sels Gosse Blom wist der net fan. Eekhoff neamt it net, en Halbertsma likemin. Wat dêrfan de reden west hat? It hat in soad fan deaswijen.

#### 4 Bestút

Ik kom ta in beslút. Joast Halbertsma syn wittenskiplike karriêre begjint yn 1822. Hy is dan yn betreklike stilte al foarme ta de man dy’t him op manich gebiet superieur fielt. Lykas wittenskippers faak dogge, rivalisearret er mei oaren, mar by him nimt dat rivalisearjen soms ekstreme foarmen oan. Hy wurket oaren tsjin (it Frysk Genoatskip), makket se mei de grûn gelyk (Bowring, Siegenbeek, de doopsgesinden fan syn tiid) of swijt se miskien ek wol dea (Scheltema). Skeppe út ferset tsjin wat er as minderwaardich oan himsels fielt, hat him yn in soad dingen dreamt. Men kin syn negative hâlding foar de koaning oer dêr ek ta rekkenje.

#### Literatuer

- Boeke, J. en A.M. Cramer, *Twee brieven ter toelichting en toetsing der schetsen van J.H. Halbertsma, "De Doopsgezinden en hunne herkomst"*. Amsterdam 1844.
- Booy, E.P. de, ‘De maaltijden van joncheer Pijnappel’, *Amstelodamum* 70 (1978), ss. 312-343.
- Boschma C., ‘Het Antiquarisch Kabinet van Friesland’, yn: H. Halbertsma e.a. (red.), *Joast Hiddes Halbertsma 1789-1869: brekker en bouwver*. Drachten 1969, ss. 285-301.
- Brillenburger Wurth, K., *The musically sublime*. Diss. Grins 2002.
- Breuker, Ph.H., ‘Salverda en de Beweging fan 1822’, yn: *Hjir* 10 (1981), ss. 14-18.
- Breuker, Ph.H., *It wurk fan Gysbert Japix. I. Tekst yn facsimile. II. Oerlevering en ûntstean*. Ljouwert 1989.
- Breuker, Ph.H., ‘De vriendschap tussen Bilderdijk en Halbertsma’, yn: *Het Bilderdijk-Museum* 11 (1994), ss. 1-14.

---

<sup>64</sup> Scheltema 1832, ss. 214, 276.

- Breuker, Ph.H., 'Feitsma fan replyk tsjinne oer Halbertsma', yn: *DVF 77* (1997), ss. 153-156.
- Breuker, Ph.H., *De Fryske heilingen fan de Halbertsma's*. Ljouwert 1997.
- Breuker, Ph.H., *Friese kultuur in het jonge Koninkrijk*. Leiden 2001.
- Breuker, Ph.H. en A. Janse, 'Beelden', yn: id. (red.), *Negen eeuwen Friesland-Holland: geschiedenis van een haat-liefdeverhouding*. Zutphen 1997, ss. 9-66.
- Breuker, Pieter, *J.H. Halbertsma, Gysbert Japicx en de Fryske dialekten: in pear opmerkingen oer Halbertsma syn filologyske wurksunheden tusken 1822 en 1827*. Ljouwert 1973.
- Eekhoff, W., *De stedelijke kunstverzameling van Leeuwarden*. Ljouwert 1875.
- Feitsma, A., 'Taalkundig reisplan voor een gezelschap Hollanders', yn: *TWTL 113* (1997), ss. 124-144.
- Feitsma, A., 'Oardielen oer J.H. Halbertsma as etymolooch', yn: *DVF 77* (1997), ss. 139-151.
- Gerla-De Bruin, M.-L. en R.H. Bremmer Jr, Over Albert ten Broecke Hoekstra, Joast Hiddes Halbertsma, en de studie van het Oudengels in Friesland in de vroege negentiende eeuw, yn: Ph.H. Breuker e.a. (red.), *Wat oars as mei in echte taal: Fryske stúdzjes ta gelegenheid fan it ôfskie fan prof. dr. A. Feitsma as heechlearaar Fryske Taal en Letterkunde*. Ljouwert 1994, ss. 36-53.
- Halbertsma, J.H., 'Ontwikkeling der gronden van mijn gevoelens nopens een paar regels uit Gysbert Japiks, voorkomende in eene redevoering van den hooggeleerden R. Koopmans over den dichter', yn: *Vaderlandsche Letteroefeningen* 1822, ss. 526-534; ss. 582-593; ss. 625-633.
- Halbertsma, J.H., *Letterkundige Naaogst*. Deventer 1840.
- Halbertsma, J.H., *Aanteekeningen op het vierde deel van den Spiegel Historiae van Jacop van Maerlant*. Deventer 1851.
- Halbertsma, J.H., 'Rinse Posthumus, in leven kerkleeraar onder de Hervormde Gemeenten van Waaxens en Brantgum', yn: *DVF 9* (1862), ss. 207-269.
- Hoekema, C.P., 'Waarom vertrok dr J.H. Halbertsma uit Friesland?', yn: *Leeuwarder Courant*, 30 juny 1950.
- Hoekema, C.P., 'Halbertsma en de Minnisten', yn: H. Halbertsma e.a. (red.), *Joast Hiddes Halbertsma 1789-1869: brekker en bouwer*. Drachten 1969, ss. 67-77.
- Hoekema, C.P., 'Joost Hiddes Halbertsma (1789-1869): gevangene in Deventer', yn: *Overijsselse Historische Bijdragen* 104 (1989), ss. 141-152.
- Kalma, J.J., 'Dr. J.H. Halbertsma over de Doopsgezinden: waarom werd zijn boek "De Doopsgezinden en hunne herkomst" geschreven?', yn: *Leeuwarder Courant* 15 juny 1950.

Kalma, J.J. (ed.), “*Kent gj Halbertsma van Deventer?*”: *in tal net útjowne hânskriften fan dr. J.H. Halbertsma*. Drachten 1969.

Kalma, J.J., ‘Dr. J.H. Halbertsma, de man en syn wurk’, yn: *Philologia Frisca anno 1969*. Grins 1970, ss. 60-72.

Kalma, J.J. en Y. Poortinga (eds.), *J.H. Halbertsma, Fluit en doedelsek*. Drachten 1971.

Koopmans, R., ‘Redevoering over Gijsbert Jakobs, Friesch dichter’, yn: id., *Redevoeringen en verhandelungen II*. Amsterdam 1820, ss. 283-348.

Kroes-Ligtenberg, Chr., *Joost en Eeltje Halbertsma in Bolsward*. Boalsert 1952.

Scheltema, J., *Volksgebruiken der Nederlanders bij het vrijen en trouwen (= id., Geschied- en letterkundig mengelwerk IV, dl. III)*. Utrecht 1832.

Sikemeijer, J.H., *Elise van Calcar-Schiotling: haar leven en omgeving, haar arbeid, haar geestesrichting, 1822-1904*. Haarlem 1921.

Visser, G.N., ‘De boarnen fan Halbertsma syn bydragen yn de *Rimen en Teltsjes*’, yn: H. Halbertsma e.a.(red.), *Joast Hiddes Halbertsma 1789-1869: brekker en bouwer*. Drachten 1969, ss.165-182.

Wumkes, G.A., ‘De Soldatepreek fen Ds. J.H. Halbertsma’, yn: id., *Paden fen Fryslân IV*. Ljouwert 1943, ss. 441-445.

Ypma, Y.N., ‘It politike libben yn Fryslân yn Halbertsma’s tiid’, yn: H. Halbertsma e.a.(red.), *Joast Hiddes Halbertsma 1789-1869: brekker en bouwer*. Drachten 1969, ss. 236-247.

# Analogy by Halbertsma: in ferliking mei Hemsterhuis, Humboldt en Grimm

(*Anthonia Feitsma, Gron*)

## 1 Ynlieding

De analogy naam by de taalkundigen út de tiid fan Halbertsma in belangryk plak yn. Ik wol it yn dat ferbân ha oer twa aspekten fan de analogy by Halbertsma (1789-1869). Alderearst komme oan 'e oarder syn opfetting fan *analogy en taalgeast* yn ferliking mei Hemsterhuis (1685-1766), Humboldt (1767-1835) en Grimm (1785-1863) – dêr ha ik it earder alris oer hân (Feitsma 1997b:129). Dêrnei komme oan bod syn ideeën oer de *analogia significations*, de analogy fan de betsjutting, dy't foar in grut part tebekgeane op Hemsterhuis. Dêr hat Noordegraaf (1995:144 en 1996:36-37) al ris op wiisd, en de lêste tiid bin ik nijsgjirrige literatuer datoangeande op it spoar kommen, dêr't ik no in earste ferkenning fan buorkundich meitsje wol.

## 2 Fan Hemsterhuis nei Grimm

As taalkundige is Halbertsma begûn as hemsterhusiaan en dat is er ek syn libben lang bleaun. Om 1830 hinne komt er yn 'e kunde mei de nije histoaryske skoalle fan Grimm en Rask, en ek op dat paad is er dêrnei fierder gien. Dêrnei is Halbertsma in dúdlike oergongsfiguer tusken 18de en 19de ienske taalkunde. De achttjinde-ienske skoalle fan Tiberius Hemsterhuis wie winliken in foarriener fan de 19de-ienske histoaryske taalkunde fan Grimm; de hemsterhusiaanen woene yn har tiid al oan op in mear systematyske opset fan de etymology as ont doe ta wizânsje wie (Feitsma 1994 en 1997d:34-35). Mar yn 1845, doe't de hemsterhusiaanen al lang út de moade wiene, joech Halbertsma noch in kolleezje fan Hemsterhuis út, de *Lectio Publica*, mei Halbertsma syn eigen kommentaar (Feitsma 1997d).

It is bekind dat histoaryske taalkundigen fan om 1800 hinne lykas Rasmus Rask (1787-1832) en Franz Bopp (1791-1867) (en nei alle gedachten ek Jacob Grimm) opbrocht binne by de analogy-lear fan Hemsterhuis. De Scholla Hemsterhusiana spile sadwaande in wêzentlike rol yn de ûntjouwing fan de njoggentjinde-ienske taalkunde. De analogy hie stadichoan in grutter plak krige en by Hemsterhuis, en letter ek by Halbertsma, wie it analogy-be-

gryp hyltyd mear as in aktive kreative krêft yn de taal opfette (Gerretzen 1940:131; Dam 1935; Diderichsen 1960:34-37; Stankiewicz 1974:170).

### 3 Analogy en taalgeast

Ek nei 1830, dus nei syn bekearing ta it nije ljocht fan de histoaryske grammatika, wie Halbertsma it alhiel net iens mei Grimm oer de begripen analogy en taalgeast. Hemsterhuis, Grimm en Halbertsma brûkten alle trije it begryp geast fan de taal. Foar Hemsterhuis (1845:326-330; Feitsma 1994: 44-46) wie dat it elemint yn de taal dat troch de goede skriuwers yn de taal ynbrocht waard; mar neffens Halbertsma (1845:394, 403; cf. Feitsma 1994: 91-92) bestie dy taalgeast likegoed yn talen dy't net – of praktysk net – skreaun waarden, lykas bygelyks it Frysk. Yn sokke talen kaam de taalgeast dan ta utering yn it eigene fan it taalgebrûk, yn de beweegliker dielen, dus benammen op it stik fan syntaksis en betsjutting (cf. Halbertsma 1835:169; 1851:74; Feitsma 1997a:44; 1997b:129). By Grimm (1852:7 [=1984:65]) hearde de syntaksis eins net rjocht by de grammatika (cf. Grimm 1840:XII-XIII).

Neist de taalgeast ûnderskiedt Halbertsma de analogy, it mear meganyske part fan de taal, de ûntjouwing fan de taal neffens fêste meganyske regels sûnder dat de sprekkers har dêr sa bot fan bewust binne. Foar Grimm heart ek dat (meganyske) part fan de taal by de taalgeast. Yn syn *Geschichte* (1848:417) karakterisearret Grimm de Germaanske en de Heechdútske lûdferskowing sels as de symbolisearring fan de 'vorschritt und freiheitsdrang' fan de Dútskers.

Foar Halbertsma wie dy 'Lautverschiebung' it wurk fan de analogy. Dêrom skriuwt er yn de passazje oer de 'Lautverschiebung' yn syn eksemplaar fan Grimm syn *Geschichte* it wurd 'analogie' boppe Grimm syn 'sprachgeist' (cf. Feitsma 1996:130). En hy ferbetteret net allinne Grimm syn 'sprachgeist' yn 'analogie', mar as Grimm der boppedat noch op út wol om yn dat ferbân 'die gunst der dem hochdeutschen stamme vorzugsweise beschiednen herrschaft in anschlag zu bringen' set er as in soarte fan protest 'N.B.' yn de marzje.

Wat it plak fan syntaksis en betsjutting oangiet, stiet Halbertsma folle tichter by de filosoof en taalkundige Wilhelm von Humboldt. Ek by Humboldt krije de beweglike eleminten fan de taal in earplak (1827/1829 [1972: 186]): 'Die Sprache liegt nur in der verbundenen Rede, Grammatik und Wörterbuch sind kaum ihrem toden Gerippe vergleichbar'. De wurden en de 'Redeverbindung' binne foar Humboldt dúdlik ferskillend: respektivelik 'die Materie und Form der Sprache' (1824/1826 [GS (= Gesammelte Schriften) V:399]).

#### 4 The inflectional superiority thesis

It is de fraach of by Halbertsma de ûnderskieding tusken analogy en taalgeast altyd like konsistint is. Wêr't it op oankomt is dat by Halbertsma – lykas by Hemsterhuis en Humboldt – syntaksis en betsjutting in navenant foarnam plak ymnimme. Grimm dêrfoaroe beheint him, alhiel yn de geast fan de histoaryske skoalle, folle mear ta de uterlike foarmen fan de taal.

Faaks dat wy de ûnderselde parallelly tusken taalstruktuer en taalgeast by Grimm foar in part yn ferbân bringe kinne mei *the inflectional superiority thesis*. Yn de yndo-europeeske talen wurdt de betsjutting fan hûgde foarmen werjûn troch de kombinaasje fan stamwurden mei op harsels betsjuttingleaze grammatikale útgongen en skaimerken. Dêrtroch krige de hûging fan dy talen yn de ferlykjend-histoaryske grammatika in sintraal plak en dat joech it yndo-europeesk yn de taalkunde fan dy tiid in sekere superioriteit (Manchester 1985:125-142). Dat idee wurdt hjoeddedei gauris sjoen as in soarte fan foarrinder fan eurosintryske foaroadielen (cf. Aarsleff 1988:X; XXVII-XXXII; dêrjûn Trabant yn Humboldt 1994:8; 243-247). Sa'n karakteristyk fan 19de ienske opfetingen is my wat te hastich.

Dêr komt foar Humboldt noch wat by. Lykas by de romantisy stiet foar Humboldt by 'die Beurteilung der Verschiedenheit oder Gleichheit der menschlichen Sprachen' 'das Grammatische, der 'innere Bau'', wol sintraal, mar 'die wahre Eigentümlichkeit der Sprachen' sjocht er dochs 'leztlich in ihren 'Character' [...] der nicht mit dem 'Bau' zusammenfällt' (Trabant yn Humboldt 1994:243). It karakter fan de taal hat foar Humboldt by einsluten earder te krijen mei it gebrûk fan de taal, bygelyks yn literatuer, proaza en poëzij.

By Halbertsma liket *the inflectional superiority thesis* net in grutte rol te spyljen. Halbertsma syn karakterisearings fan folken en talen ha faak in hiel oare eftergrûn. Sa spilet de artikulaasje in grutte rol by it 'oerurven' eigen karakter fan Ingelsk en Frysk. En yn de wurdskat fan de Romaanske talen sit neffens him in hiel stik oerurven Germaanske 'geast', wylst de uterlike foarm fan de wurden dúdlik Romaansk is. Fierder wiist Halbertsma syn konstatearring (1836:45) dat it ferskil tusken taal en dialekt winlikken in kwestje fan macht is, earder de sosjologyske kant út.

#### 5 Etymology by Hemsterhuis

Yn syn earste taalkundige publikaasje út 1822, dus al fan foar 1830, preint-dearret Halbertsma dat er net samar in debutant is mar dat er wol foargoed wal nijs te bringen hat (cf. Fetisma 1997c). Wat nijs, mar uteraard wol yn it ramt fan de hemsterhuisaanske ideeën. Hemsterhuis (1845:343) en Halbert-

sma (1845:387-388) binne it der oer iens dat der foar in goede taalbe-skriving mear as twa talen ferlike wurde moatte. Dat wisten Erasmus en de âlde humanisten nammers ek al (Gerretzen 1940:110-111). In swak punt fan Hemsterhuis syn fearling Valckenaer wie neffens Halbertsma (1845:379) no krekt dat dy him tefolle inkeld op it Gryksk rjochte hie.

Hemsterhuis (1845:344) giet yn syn ûndersyk fan de âldste (en ien-âldichste) eleminten út en komt sa fia de nijere eleminten by it hiele wurd út (a prioribus ad posteriora descendit). Datselde prinsipe folgje Valckenaer en Halbertsma: Valckenaer giet by it behanneljen fan de talen fan de alder-âldste auteur út en Halbertsma docht it yn deselde geast: hy begûn 'à la Valckenaer [...] met het alleroudste monument der Germaansche letterkun-de' (brief Halbertsma 12-6-1843 yn Kalma 1968:140). En sa't Halbertsma (1836:39-40) fan betinken is dat de Germaanske folken yn oarsprong ien en deselde taal praten dy't letter yn ferskillende talen opsjalten is, sa hat neffens Hemsterhuis (1845:366, 370) de Grykske taal ek oarspronklik ien west en is dy letter útinoar gien yn de fjouwer Grykske dialekten.

Konkrete foarbylden fan Hemsterhuis syn etymologyen binne de analyse fan de Grykske wurden foar 'etymolooch', 'dialekt' en 'tonia' (1845:344-349; 354-362; 368-370); dêr besiket er te begjinnen by de lytste (en neffens de teory tagelyk de âldste) wurddielen om dêrnei ôf te sakjen nei it hiele wurd.

## 6 Analogia significationis

Yn de etymology giet it lykwols net allinne om de analyse fan de uterlike taalfoarmen, om de *analogia formae*, dêrmeist bestudearren de hemster-husianen ek de saneamde *analogia significationis*, de skiednis fan de wurd-betsjutting (Gerretzen 1940:72, 110, 372; cf. Noordegraaf 1995:144). Halbertsma (1851:70-71) wiist derop dat der ferbân besitet tusken de ûnjou-wing fan betsjutting en foarm fan in wurd en dat der yn de etymology 'twee hoofddeelen, het woord en de beteekenis' binne (cf. oer Valckenaer syn op-fetting Feitsma 1994:60-61). Yn de *analogia significationis* giet it om de oerienkomst tusken sekundêre en primitive/primêre betsjutting. De oer-drachtlike (sekundêre) betsjutting kin ôflaat wurde fan de primitive (en dêr-mej âldste) betsjutting fan in wurd. Perizonius, in foarrinder fan Hemster-huis, omskriuwt de *analogia significationis* sa:

Mei't de analogia significationis neat oars is as in sekere gelikensens tusken de sekundêre en de primitive betsjutting – út dy lêste is troch in korrekte oersetting de earstneamde ûntstien – dan folget dêrút dat dizze



analogy net fêststeld wurde kin as net earst de primitive betsjutting fan it wurd ûndersocht en bewiisd is.

[...] quum Analogia significatonis nihil sit aliud, quam similitudo quaedam inter significationem secundariam & primitivam, ex qua illa, recta & com-  
posse, nisi prius errata & probata sit primitiva vocis significatio. (Sanctius  
1714-6 yn in noat fan Perizonius; cf. Gerretzen 1940:71).

Yn syn etymology fan it Grykske wurd  $\delta\iota\alpha\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\omicron\varsigma$  (1845:354-356) fliert Hemsterhuis dy stielrigel út; ik sil hjir wat fan syn riddenearring oer it wurd  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  (Gryksk foar *sizze*) en *legere* (Latyn foar *lêze*) oanhjelje (cf. Dam Gryksk fuortkom):

It wurd *dialectus* komt fan  $\delta\iota\alpha\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$ , dat gearstald is út  $\delta\iota\alpha$  en  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$ .  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  betsjut yn syn earste betsjutting byinoarbringe. De Romeinen ha tsjutting; want wy sizze [...] *lectum*, dat is (as de bêste) útkeazen. De ferklearing fan de fan dizze earste betsjutting ôfflate betsjuttingen is yn Gryksk en Latyn ferskillend.  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  by de Griken is oerbrocht nei wurden en petear of taal; it wurdt sein fan ien dy't opsteapele en ferbûne wurden nei foaren bringt, dat is: *sizze*. By de Romeinen wurdt *legere* út de sammele letters wat foar jinsels útkeuze: *lêze*. [...].

Yn talen mei in mienskiplike oarsprong geane de tûken, as se ienkear út de stam kommen binne, gauris elk foar oar ferskillende kanten út. Fan de eigenlike betsjutting fan it wurd  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  wurdt yn it Gryksk en it Latyn op ferskillende manieren in metafoar foarme. [...]. Dat is folle makliker te begripen, as wy derom tinke dat de earste betsjuttingen fan de wurden yn alle metafoaren bewarre bliuwe as in soarte fan oanberne kleur.

Hæc vox [sc. dialectus] venit a  $\delta\iota\alpha\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  et  $\delta\iota\alpha\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\omicron\varsigma$ , cujus vocis ratio est explicanda. Vox  $\delta\iota\alpha\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  composita ex  $\delta\iota\alpha$  et  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$ .  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  prima potestate significat leviter contradere, in unum conducere et adeo colligere. Latini suum legere inde formarunt, in quo Latino verbo hæc prima et propria potestas insidet; nam dicimus [...] *lectum*, i.e. ex pluribus exceptum. Ratio potestatum ab hac prima potestate derivatarum in utraque Græca voces et sermone; et  $\lambda\epsilon\gamma\epsilon\tau\upsilon$  dicitur, qui verba vocesque cõservata et comæta profert, i. e. dicere. Apud Latinos *legere* dicitur pro librum evolvere, quasi diceres, legere, colligere literas, et ex literis collectis aliquid sibi legere. [...].

In linguis, quæ communem habent originem, sæpe rami, ubi semel truncum deseruerunt, alii in alias partes divergunt. A propria significatione vocis λειψω alia ratione formatur metaphora in lingua Græca, alia in lingua Latina. [...] — Ea res longe facilius intelligitur, si animadvertamus, quod primæ verborum significationes in omnibus metaphoris retinentur, quasi color nativus.

Yn deselde geast wurket Lambert ten Kate (in tiidgenoat en nei alle gedachten ek in kunde fan Tiborius Hemsterhuis) mei syn 'Overdragt van zin' yn de *Aenleiding* (1723 II:25-28 en passim yn II:103-748) en dy set dêr syn wurkwiize sa útien:

(25-26): Die in de Overdragt [sc. van zin] op het voorzigtigst handelden, deden het volgens dezelfde wet die in 't eerste naemgeven der dingen vereischt wierd; latende de Overdragt rusten, niet alleenlijk op een kennelijke, maer ook op een zeer aenmerkelijke Gelijkheid en Overeenkomst tusssen de Zaken; 't zij in Gelijkvormigheid van Gedaehte, 't zij in Eenerteijde Beweging, 't zij in Overeenkomst van Aert, of van Vrugt, of Uitkomst, of van Dienst, of ook in Gelijkredigheid der Dingen. [...].

Mar yn de rin fan de tiid binne der wurden út it histoaryske keatling ferlern gien:

(27): Maer dewijl de Overdragten veelvuldig zijn, en dit dikwijls, door 't groote Verloop van tijd en het toevallige Woordverlies, eene gaping van schakels zeer moeilijk om te herstellen geeft, zo zal 'er altijd in de Afleiding' ten opzichte van de Overdragt hier en daer nog al iets op de gis moeten gehandelt worden: in welke gevallen we door 't eene of 't andere bijgevoegde woord onze gedagten van de min of meerder zekertheid zullen trachten aen te duiden.

Halbertsma (1822:532) beskriuwt sa'n ôfsliding yn de foarm fan in soarte fan stambeam fan it wurd 'beschiede':

De beteekenissen, daaruit [sc. uit het 'oud-Vriesche *sketa*' (= scheiden)] afgeleid, zijn de volgende: schiften en scheiden, uiteenzetten, oordeelen, beslissen, een geding uitwijzen, partijen bijleggen. Door scheiden afzonderen, afschutten, bedekken. Door afscheiding iets verminderen, wegnemen, stelen, schaden, schenden, allerlei daden van geweld plegen, voor meester opslaan, overheeren en verdrukken.

Perizonius hat in soartgelikense, folle wiidweidiger útsensting oer it Latynske wurd *cernere*. Ik jou hjir syn wat kompakter formulearing dêrfan (Sanctius 1714:783):

7. [...] It wurd *Cernere* betsjut, sa't algemien bekind is, eigentlik it skieden fan wat dat yn 'e ties is. Dêrúwei wurdt it oerset nei de wurking fan de eagen, wêrmei't wy dingen dy't foar ús lizze, sjogge en wurking skiede fan oaren, en ek nei de helderens fan de geast wêrmei't ûnderdúdlike, ûnwiisde en betiesde dingen skerp sjogge en neigean, en op sa'n manier wier fan ûnwier ûnderskiede, en wat der dien wurde moat en wat wy beslisse.

7. [...] Verbum *Cernere*, ut in confesso est utrinque, notat proprie aliquid confusum secernere & separare. Hinc transfertur, quum ad vim oculorum, quibus corpora nobis objecta vel obvia intuemur & distinguimus ab aliis, tum ad aciem mentis, qua res obscuras, controversas, implicitas acriter intuemur & consideramus, & sic verum a falso secernimus, & quid faciendum sit, nec ne, decernimus, & dijudicamus.

## 7 De kennis fan de usus

Halbertsma (1822:534) kriticearret de etymologyske wurkwize fan de Eastfries Wiarda yn syn Aldfrysk wurdboek by it wurd 'schaden'; hy is fan beinten hie, mar hy sjocht,

dat deze werkzame geleerde zich als een dagelijksch lezer met de algemeene en onbestemde betekenis van *schaden* wel heeft willen vergewen, omdat hij van de aangewezen nuance, die al vrij grof is, niets bemerkt heeft. Doch men houde hem dit ten goede: als men niets weet van de thans bloeiende Vriesche tongvallen, en er daarom ook met verachting van spreekt, mist men den besten bril, om de teedere nuances der beteekenissen in het oud-Vriesch op te merken.

It belang fan in yngearde kennis fan de bestudearre taal wurdt ek bepleite troch Gustavus Kramer (1828:78), dy't yn syn *Elogium* foar Jacobus Perizonius ornearret dat dy syn taalûndersyk

net allinne syn grutte geleardens mei in nij bewiis sjen lit, mar ek be-wiist [...] dat dy krêft fan de taal yn it feroarjen fan betsjuttingen [...] him net ûntkommen is.

[Perizonii argumenta] non doctrinam tantum ejus magnam novo documento, sed [...] linguae illam [...] in significationibus mutandis vim non latuisse eum, testantur.

Gerretzen (1940:72) konkludearret dêrút:

Door deze gelukkige combinatie van ratio [= regel, noarm] en usus [= gebrûk] is Perizonius er in geslaagd den juisten weg te wijzen in de semasiologie. Deze weg is verder gevolgd door Hemsterhuis en de beste vertegenwoordigers zijner school en deze analogia significationis heeft, in tegenstelling met de analogie in de etymologie [sc. de analogia for-mae], die door de vergelijkende taalwetenschap onttroond is geworden, haar waarde behouden.

Dy kombinaasje is ek it elemint dêr't Halbertsma him hyltyd wer op beropt, as er it hat oer it foardiel dat hy boppe oaren hat troch syn kennis fan it Frysk.

Yn dat ramt moat ek Halbertsma syn krytyk op it ûndersyk nei Gysbert Japix troch oaren (1840: 96-97) sjoen wurde:

Eindelijk moet [sc. de uitlegger] het gebruik der taal kennen, niet zoo als zij geschreven staat, (want zij is nergens geschreven) maar gelijk zij als levend water aan hare bron, namelijk het hart der sprekers, in de volkstaal ontspringt. Het laatste alleen vordert jaren van verkeering en opmerking onder het oorspronkelijkste gedeelte des Frieschen volks, en hierin vlei ik mij iets boven mijne voorgangers vooruit te hebben. Daarom zal mijn hoofdwerk niet bestaan om aanhaling op aanhaling te stapelen uit verwante tongvallen: dit alles kan de algemeene beteeckenis, maar niet de fijne schakering, waarin de dichter het woord neemt, aanduiden; veeleer zal het mijne taak zijn, om langs den draad van het nog heerschend gebruik, is het mogelijk, tot de ware meening des dichters op te klimmen.

Halbertsma ferwiist hjir net allinne nei syn praktyske kennis fan it Frysk mar ek nei de stap-foar-stap-metoade yn de etymology sa't Hemsterhuis dy foarstie. Yn syn Maerlant-ynlieding (1851: 69-70; cf. Noordegraaf 1995: 144-145) makket er nochris wer yn it algemien regaad yn de gebrûklike en breklike etymology fan oare taalkundigen, dêr't er syn eigen metoade wer foaroyer set. De etymologist wurket ornaris mei 'vervaarlijke overgangen van beteeckenis' en sjocht

in den doolhof geen sterk geteekend pad [...], om van het punt van ingang tot dat des uitgangs te komen. Mijn streven nu is steeds geweest om dat pad uit te vinden. Zooveel mogelijk heb ik geen en enkelen stap dat ik het bedoelde punt, het verklaarde woord, bereikt had. Ik heb alle mij bekende taalrakken op schatting gesteld, en er die betekenissen des woords uit gekipt, die als zoo vele schalmen eene keten van betekenissen vormden, leidende van het thema tot het gevraagde woord.

Yn itselfde stik (1851:70) fiert er dan yn in soarte fan klimaks Hemsterhuis en Valckenaer op as tsjûgen dy't de etymology al goed beoefene ha en dan stiel er de retoaryske fraach

Kent gij ze, die in de taal als den spiegel der menschelijke ziel, den aard en de werking, de ware natuur van het wezen, hetwelk zich afspiegelt, hebben gadegeslagen? Kent gij ze? Wel nu, dan zij ge gelukkiger dan ik. Regen duizend oppervlakkige hairklovers zag ik nauwelijks eenen enkelen Hemsterhuis of Valckenaer.

## 8 Ta beslút

Ik ha besocht om Halbertsma syn ideeën oer analogy en taalgeast en oer de analogia significationis in plak te jaan yn ferhâlding ta Hemsterhuis, Grimm en Wilhelm von Humboldt. Ik ha my net tefreden steld mei 'algemeene en onbestemde' konklúzjes en hoopje dat it my 'na lang zoekens' slagge is om wat tichter by 'de fijne schakering', en 'de ware meening' fan de ideeën fan Halbertsma te kommen. En ik soe der hiel wiis mei wêze as de risselaten fan myn speurtocht oanlieding wêze koene foar in fruchtbere diskusje en foar fierder ûndersyk.

Halbertsma syn oplettingen oer de *taalgeast* en oer de *analogia significationis* hâlde grif ferbân mei syn positive ideeën oer de Fryske folkstaal dy't er ôfset tsjin de 'taal van overeenkomst (convenance)' fan de hegere stannomologyske praktyk byriden net wat al te maklik Nijfryske foarmen brûkt yn syn argumintaasjes foar foarmen út âldere talen, sa't Grimm him woltris ferwyf (sjoch Feitsma 1997b:136).

\* Fjouwerkante heakken tsjutte oan dat de auteur in stik tafoege of oerslein hat. Heakken yn de orizjinele tekst binne werjûn troch râne heakken.

## Literatuer

- Noat: De oantekening (BH) efter in boektitel betsjut dat dit boek yn de Halbertsma-samling fan de Provinsjale Biblioteek (yn Tresoar) te finen is.
- Aarsleff, Hans (1988),  
'Introduction', yn: *Wilhelm von Humboldt On Language. The Diversity of Human Language-Structure and its Influence on the Mental Development of Mankind*. Translated by Peter Heath, with an introduction by Hans Aarsleff. Cambridge University Press, ss. VII-LXXV.
- Dam, R.J. (1935)  
'De leer van de analogie der taal bij Tib. Hemsterhuis', yn: *Neophilologus* 20, ss.135-145
- Diderichsen, Paul (1960)  
*Rasmus Rask og den grammatiske tradition. Studier over vendepunktet i sprogvidenskabens historie*. København.
- Feitsma, A. (1994)  
'De analogy fon de Schola Hemsterhusiana en de frysisten Wassenbergh, Halbertsma en Sytstra', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 9, ss. 37-64; 77-112).
- Feitsma, A. (1996)  
'Joast Halbertsma und Jacob Grimm: Wissenschaftliches und Ideologisches' I, yn: *A Frisian and Germanic Miscellany*. Odense University Press, Nordfriisk Instituut, Bredstedt, ss.125-140.
- Feitsma, A. (1997a)  
'Joast Halbertsma und Jacob Grimm II: Zur wissenschaftlichen und ideologischen Auseinandersetzung über die Lautverschiebung', yn: *Us Wurk* 46, ss. 42-60.
- Feitsma, A. (1997b)  
'Taalkundig reisplan voor een gezelschap Hollanders. J.H. Halbertsma als taalideoloog en taalkundige', yn: *TNLT* 113, ss.124-144.
- Feitsma, A. (1997c)  
'De eerste taalkundige publicatie van Joast Halbertsma (1822)', yn: Ariane van Santen en Marijke van der Wal (red.), *Taal in tijd en ruimte* Voor Cor van Bree. Leiden, ss. 143-152.
- Feitsma, A. (1997d)  
'Schola Hemsterhusiana, J.H. Halbertsma and Jacob Grimm', yn: *Lectio Publica Tiberii Hemsterhusii De originibus Linguae Graecae* Edited by J.H. Halbertsma (1845). Amsterdam/Münster, ss. 27-42.

- Gerretzen, J.G. (1940)  
*Schola Hemsterhusiana. De herleving der Grieksche studien aan de Nederlandsche universiteiten in de achttiende eeuw van Perizonius tot en met Valckenier.* Nijmegen-Utrecht.  
 Grimm, Jacob (1840)  
*Deutsche Grammatik. I.* Dritte Ausgabe. Göttingen. (BH).  
 Grimm, Jacob (1848)  
*Geschichte der deutschen Sprache.* I. Leipzig. (BH) (Reprint der vierten Auflage 1880, Hildesheim 1970).  
 Grimm, Jacob (1852)  
*Über den Ursprung der Sprache. Aus den Abhandlungen der königlichen Akademie der Wissenschaften vom Jahr 1851.* Berlin. Ek yn: Grimm, Halbertsma, J.H. (1822)  
 Halbertsma, J.H. (1822)  
 'Ontwikkeling der gronden van mijn gevoelen nopens een paar regels uit Gisbert Japiks, voorkomende in eene redevoering van den hooggeleerden R. Koopmans over dien dichter', yn: *Vaderlandsche letteroefeningen, of tijdschrift van kunsten en wetenschappen.* 1822 II Mengelwerk, ss. 526-534;582-593;625-633.  
 Halbertsma, J.H. (1835)  
 'De overblijfselen der Gotische taal, zooverre zij tegenwoordig bekend zijn', yn: *Vaderlandsche Letteroefeningen* 1835 II, ss. 165-178.  
 Halbertsma, J.H. (1836)  
 'Frisic, ancient and modern Friesic, compared with Anglo-Saxon', yn: J. Bosworth, *The Origin of the Scandinavian and Germanic languages and nations.* London, ss. 35-81. (BH).  
 Halbertsma, J.H. (1840)  
*Letterkundige Naaogst I.* Deventer. (BH).  
 Halbertsma, J.H. (1845)  
 'Lectori salutem dat plurimum'. [Kommentaar op Hemsterhuis 1845], yn: J.H. Halbertsma (ed.), *Letterkundige Naaogst. Tweede Stuk:*371-406. (BH). Ek as reprint yn: *Lectio Publica Tiberti Hemsterhusii De originibus Linguae Graecae. Edited by J.H. Halbertsma (1845).* Amsterdam/Minster 1997.  
 Halbertsma, J.H. (1851)  
 'Inleiding', yn: *Aanteekeningen op het vierde deel van den Spiegel Historiaal van Jacop van Maerlant.* Uitgegeven door de tweede klasse van het Kon. Ned. Instituut van Wetenschappen, Letterkunde en Schoone Kunsten (aug. 1852; (ss.167, 654). Deventer, ss. 1-84. (BH).  
 Hemsterhuis, Tiberius (1845)  
 'Lectio Publica De Originibus Linguae Graecae', yn: J.H. Halbertsma (ed.), *Letterkundige Naaogst. Tweede Stuk,* ss. 324-370. (BH). Ek as reprint yn:

- Lectio Publica Tiberii Hemsterhusii De originibus Linguae Graecae. Edited by J.H. Halbertsma (1845).* Amsterdam/Münster 1997.
- Humboldt, Wilhelm von (1824/1826)
- ‘Grundzüge des allgemeinen Sprachtypus’, yn: *Gesammelte Schriften*. Herausgegeben von der Königlich Preussischen Akademie der Wissenschaften. Werke. Herausgegeben von Albert Leitzmann. V.1823– 1826. Berlin 1906, ss. 364-475.
- Humboldt, Wilhelm von (1827/1829)
- ‘Ueber die Verschiedenheiten des menschlichen Sprachbaues’, yn: *Schriften zur Sprachphilosophie* 1972 III, ss.144-367.
- Humboldt, Wilhelm von (1972)
- Schriften zur Sprachphilosophie. Werke in fünf Bänden* III. 4. Auflage, Darmstadt.
- Humboldt, Wilhelm von (1994)
- Über die Sprache. Reden vor der Akademie*. Herausgegeben, kommentiert und mit einem Nachwort versehen von Jürgen Trabant. Tübingen und Basel.
- Kalma, J.J. (1968)
- ‘Brieffwisseling J.H. Halbertsma – L.C. Luzac (1843-’47)’, yn: *De Vrije Pries* 48, ss.138-155.
- Kate, Lambert ten (1723)
- Aenleiding Tot de Kennisse van het Verhevene Deel der Nederduitsche Sprake*. II. Amsterdam. (Reprint 2001, Alphen aan den Rijn: Canaletto-/Repro Holland).
- Kramer, Gustavus (1828)
- Elogium Jacobi Perizonii Ant. F. Dissertatio inauguralis philologica [...]* in *Universitate litteraria Berolinensi [...]*. Berolini.
- Manchester, Martin L. (1985)
- The Philosophical Foundations of Humboldt’s Linguistic Doctrines*. Amsterdam/Philadelphia.
- Noordegraaf, Jan (1995)
- ‘The ‘schola Hemsterhusiana’ Revisited’, yn: Klaus D. Dutz, Kjell-Åke Forsgren (Eds.), *History and Rationality*. Münster, ss. 133-158. In letters, near útwreide fersy yn: Jan Noordegraaf, *The Dutch Pendulum. Linguistics in the Netherlands 1740-1900*. Münster 1996, ss. 23-55.
- Sanctius Brocensis, Franc. (1714)
- Minerva, seu de Causis Linguae Latinae Commentarius, Cui inserta sunt uncis inclusa, quae addidit Gasp. Scioppius: Et subjectae suis paginis Notae Jac. Perizonii. Quae Quarta hac Editione quam plurimum sunt auctae*. Amstelaedami. (BH).



(Der wie ek in Frijentsjerter edysje fan 1687 fan de Minerva yn it besit fan Halbertsma. Yn dy edysje stiet net de hjir oanhelle tekst fan Perizonius út de noat op side 6 fan de edysje 1714).

Stankiewicz, Edward (1974)

'The Dithyramb to the Verb in the Eighteenth and Nineteenth Century Linguistics', yn: Dell Hymes (ed.), *Studies in the History of Linguistics. Traditions and Paradigms*. Bloomington & London. Indiana University Press, ss. 157-190.



# Reis troch in ûnfolseine doetiid <sup>1</sup>

## Oer in biografy fan Joast Hiddes Halbertsma

*Alpina de Jong (Universiteit van Amsterdam)*

### 1 Ynliding

In ienentweintichste ienske biograaf dy't de njoggenjinde ienske Halbertsma benei komme wol, moat in moaie gisel meitsje. Om te begjinnen moat er heal Europa troch. Al soe er it allegear achter syn kompjûter besljochtsje, dy ommelânske reis – letterlik of figuerlik sil er omrinne moatte yn ferskillende Europeeske doarpen, steden, regio's en lannen. Mar syn reizen fan Grou nei Amsterdam, fan Boalsert nei Heideberg, fan Warkum nei Skier, of fan Dimter nei Rome, binne it slimste net. It beswerlike fan de biograaf syn reis sit folle mear yn it him ferpleasen yn de njoggenjinde ieu. Om dat foarinoar te krijen is mear nedich as allinnich in pear hânboeken oer dy tiid.

Om in idee te krijen fan it ferskil tusken de njoggenjinde ieu en syn eigen tiid sil de biograaf de foarmen, begripen en noasjes yn njoggenjinde ienske teksten ûndersykje moatte. En dan is er der noch net. Om de man, heit, preker, skriuwer, taal- en âldheidkundige Halbertsma benei te kommen, sil er de foarmen, begripen en noasjes út Halbertsma syn teksten noch wer ferlykje moatte mei dy út oar njoggenjinde iensk wurk.

Us biograaf hat fansels mear ta syn foldwaan as allinnich teksten: Halbertsma syn samling âldheden, portretten en tekeninkjes<sup>2</sup> binne ek gjin ûnbe-langrike boarnen. Ik sil my hjir lykwols beheine ta inkelde kwestjes dy't my foar in biograaf fan belang lykje by it ynterpretearjen fan Halbertsma syn njoggenjinde ienske teksten. Derby giet it my net yn it bysûnder om de *spesifike* swierrichheden dy't de ynterpretasje fan Halbertsma syn teksten opsmite, mar om wat der noch oan foarôf giet. Eat dat algemienier is en tagelyk minder opfâlt, en dêrom de biograaf nammerste gemienier by de poat hawwe kin. Omdat yn njoggenjinde ienske teksten in soad foarmen, begripen, en noasjes brûkt wurde dy't wy no ek noch brûke, jouwe dy teksten de lêzer gau it idee dat er wol begrypt wat der sitet. Yn dizze bydrage wol ik

---

<sup>1</sup> De lezing dy't as útgangspunt foar dit artikel tsjinne hat, hâlden op it filologe-kongres yn Ljouwert op 12 desimber 2002, hie as titel 'Harsenskrabje by Joast Halbertsma'.

<sup>2</sup> Prof.dr. M. Halbertsma fertelde my dat sy in tekening fan Joast Halbertsma yn 'e hûs hat dy't er makke doe't er troch Skoelân reizge.

de biograaf warskôgje dat de teksten fan Halbertsma en syn tiid net fansels sprekke.

## 2 Ferrifeljende bylden

Tusken de Joast Halbertsma dy't yn Fryslân, Oerisel, Hollân, Parys, Ingelân, Dútslân en Italië omrûn en syn hjoeddeistige biograaf lizze sa'n foech twahûndert jier. Twahûndert grouwe jierren, dy't yngeande feroaringen te sjen jûn ha. Dy feroaringen binne foar it measte part fanselssprekkendheden wurden, en de biograaf sil him dy fanselssprekkendheden as feroaringen bewust wurde moatte om yn dy wrâld fan twahûndert jier lyn troch te kringen.

Twahûndert jier lyn wiene Fryslân, Oerisel, en Hollân bygelyks noch net de provinsjes fan in sintraal besjoerd keninkryk – krekt yn dy tiid waarden ústiellen dien, en grûnwetten ûntwurpen, dêr't de provinsje-status fan de eardere gewesten eintsjebeslút it gefoel fan wêze soene; twahûndert jier lyn ferkundige Parys de meast ferljochte idealen mar wie tagelyk it toaniel fan de meast wrede werklikheid; twahûndert jier lyn oppenearre him benammen yn Ingelân de earmoed fan de nije arbeidersklasse wylst dat lân kultureel en steatkundich likegoed as in sympatyk alternatyf foar Frankryk gou; en twahûndert jier lyn moasten Dútslân en Italië noch hiel wat prikken yn it wurk sette om harsels steatkundich foarm te jaan.

Hiel Europa makke yn dy jierren grutte maatskiplike, kulturele en wittenskiplike feroaringen troch, feroaringen dy't yn boppesteande koarte typearringen op gjin stikken nei rjocht dien wurde, en faaks noait hielendal rjocht dien wurde kinne. Oer Europa en de ûnderskate Europeeske lannen yn de njoggenjinde ieu binne witoefolle boeken skreaun dy't dy feroaringen in betsjutting jouwe. Dat is ek wêr't se foar binne, dy hânboeken. Mar se binne wat ferrifeljend om't de skriuwers fan dy hânboeken dy feroaringen amper los sjen kinne fan lettere ûntjouwingen fan de skiednis en har gauris út dat perspektyf wei in betsjutting takenne. Sa wurde dy feroaringen noch al ris sjoen yn it ljocht fan folksaardichheid as it om Fryslân giet, fan boargerlikheid as it om Nederlân giet, fan de Frânske revolúsje as it om Parys giet, fan yndustrialisaasje as it om Ingelân giet, en fan sentimentaliteit as it om Dútslân giet. Foar njoggenjinde ieuwers as Halbertsma en syn tiidgenoaten koene dy feroaringen fansels dy betsjutting noch net ha. Foar Halbertsma en syn maten represintearje sokke 'bylden fan' noait de dynamyske tiid dy't sy belibben. It liket as wurde dy feroaringen de lêste jierren wat oars benadere, nammentlik as uteringen fan in proses dat alle

ûnderskate Europeeske lannen trochmeisje, en dat derop rjochte is in eigen ferline, in eigen kulturele tradysje, en in eigen identiteit út te finen.<sup>3</sup>

Faaks mient de biograf dat er mei de grutte kultuerskiednis fan Europa yn de njoggenjinde ieu net folle te meitsjen hat, en dat er him sadwande fan dynamyske feroaringen of statske bylden near oan hoecht te lûken. Hy sil him ommers rjochtsje op Halbertsma sels, syn stúdzje, syn preken, syn kunde, syn samlingen en syn literêr wurk. Mar ek dan wurdt er konfrontearre mei dyselde twahûndert grouwe jierren. Yn dy twahûndert jier is ek oan Halbertsma betsjutting jûn, lykas oan de tiid lâns in ferbylding fan oaren wurden. Hjoeddeistige Friezen binne nei alle gedachten it meast ferround mei it byld fan Joast Halbertsma as 'bodder yn de Fryske striid', en net allinnich omdat er flink wat ominken krije yn it ferneamde boek fan dûmny Wunkes mei dy tiel.<sup>4</sup> Halbertsma as man fan en foar it folk, as Frysk nasjonalist, as skriuwer fan Frysk folksardich proaza ropt rûnom sympaty op. Wa't in stik of wat binnen- en bûtenlânse ensyklopedyen en biografyske wurdboeken trochsmear, fermint lykwols al gau dat yn dat byld fan Halbertsma wol wat nuânses ferlern geane. De ferskillende aksinten dy't yn dy neislachwurken lein wurde, helje Halbertsma op in jústjes oare manier foar it ljocht: as Nederlânsk filolooch mei niget oan it Frysk, as dialektolooch en âldheidkundige, as wittenskipper mei belangrike bûtenlânse kontakten, as dûmny dy't teologysk in healslachlich stânpunt ynnimt, ensfh.<sup>5</sup> Lykwols liket it byld fan Halbertsma as de Fryske folksskriuwer dy't him ynset hat foar de emansipaasje fan de Fryske kultuer de measte Friezen dochs noch altyd tige oan te sprekken. Sa'n byld past ommers ek moai yn dy folksardige Fryske njoggenjinde ieu.

<sup>3</sup> It byld fan de njoggenjinde ieu as ieu fan de 'invention of tradition' waard yntrodusarre troch E.J. Hobsbawm en T. Ranger: *The invention of tradition* (Cambridge, 1983). D. Lowenthal syn *The past is a foreign country* (Cambridge, 1985) en A. Thiesse har *La création des identités nationales. Europe XVIII-XXe siècle* (Paris, 1999) harwe fan betsjuttende ynfloed wesi by it útwurkjen fan dit byld yn kultuerhistoaryske stúdzjes. Pierre Nora hat it tinken oer it ferline as in konstruksje op in fruchtbere wize ûntwikkele yn de rjochting fan wat wol 'nationale iconografie' neamd wurdt. Sjoch foaral syn *Les lieux de mémoire* (Paris: Gallimard, 1997).

<sup>4</sup> Dr. G.A. Wunkes 'Joast Hiddes Halbertsma,' yn *Bodders yn de Fryske striid* (Boalsert: A.J. Osinga, 1926), 453–466. Sjoch dêrneist ek de witoefolle ferwizing nei J.H. Halbertsma yn de opstellen oer oare 'boddery'.

<sup>5</sup> Ik haw sjoen nei de jemma's yn Winkler Prins Encyclopediën út 1935, 1951 en 1991: yn Oosthoek Encyclopediën út 1961 en 1978; yn de *Katholieke Encyclopedie* út 1952; yn de twadde printinge fan it *Biographisch woordenboek der Noord- en Zuidnederlandsche letterkunde* (1888-1891), yn *Meyer's Konversations Lexikon* út 1895; yn *Meyer's Enzyklopaedisches Lexikon* út 1974; yn *Brockhaus Konversationslexikon* út 1908; yn *Brockhaus Enzyklopedie* út 1989; yn *Aschehoughs Konversationsleksikon* út 1974 en *Aschehough og Gyldendals Store Norske Leksikon* út 1997.

### 3 It spoor fan begripen

De biograaf kin fansels net by dat Halbertsma-byld omdangeljen bliuwe. Hy moat op 'e syk nei Halbertsma sels. Alhoewol't er fansels bêst wit dat er de njoggentjinde ieuske Halbertsma 'sels' net yn syn biografy omrinne litte kin. Ek in biograaf kin net oars as him in byld foarmje. Dat hat er mei de hânboekskriuwer gemien. Beide kinne net ta de saak sels komme. Dat liket tragysker as dat it is, want as it in hânboekskriuwer of biograaf slagget in âld byld op in oertsjûgjende manier te fefangen troch in nijen is dat in fertsjinste: allinnich troch it fefangen fan bylden kinne wy ús bewust wurde fan feroaringen yn de tiid. De biograaf hat dêrby in kâns dy't in hânboekskriuwer net hat: hy hoecht net it ten of oar betsjuttend njoggentjinde ieuske rêdwurk te konstruearjen, mar hat de frijheid om Halbertsma út te byldzjen as in persoanlikheid – as it moat ien fol tsjinstridichheden en paradoksen. Dy Halbertsma fan de biograaf hoecht neat te betsjuten, as er mar oertsjûget. Mar dy frijheid sil him noch swierrichheden genôch jaan. It sil foar de biograaf dreech genôch wurde om him los te meitsjen fan de ferskillende betsjuttende ramten dy't fan de njoggentjinde ieu makke binne en dêr't Halbertsma yn fêstplakt sit.

De earste boarne om jin in byld fan Halbertsma te foarmjen is syn neilitten wurk, syn ferhalen, preken, skôgingen, en brieven. Mar om troch dy teksten wat oer de persoan Halbertsma te witten te kommen, sil de biograaf de wrâld dêr't dy teksten nei ferwize ferkenne moatte. De wurden, oansprekfoarmen, begripen dy't Halbertsma brûkt, wiene dy gebrûklik yn Halbertsma syn tiid? De minsken dêr't er mei briefket, hoe uteren dy har tsjin oaren oer Halbertsma? De histoaryske barren yn binnen- en bûtenlân dêr't Halbertsma him oer útsprekt, hoe waarden dy yn de krante ferslein? In protte ferwizingen, guon opmerkingen, beskate korrespondinten, sille de biograaf grif automaatsk de njoggentjinde ieu yn slepe. Hy moat lykwols fertocht wêze op dat wat him *net* automatysk dy njoggentjinde ieu yn sleept. Yn Halbertsma syn teksten komme begripen en noasjes foar dy't wy ek brûke, mar dy't yn in njoggentjinde ieuske ramt thúshearre. Krekt it feit dat dy njoggentjinde ieu folle tichter by uzes leit as bygelyks de midsieuwen, makket dat de biograaf maklik sûnder erch oan dy begripen en noasjes in tweintichste ieuske betsjutting jout. Om Halbertsma syn wrâld kennen te learen, sil hy dus om te begjinnen dy gebrûken, oansprekfoarmen, noasjes en begripen de kâns jaan moatte om oars te wêzen as uzes.

In mannichte gebrûken, oansprekfoarmen, noasjes en begripen wurde yn it begjin fan de njoggentjinde ieu as nij yn it discours opnommen. Se ha faak bûtenlânske (klassike of Frânske) woartels. Troch it gebrûk yn in Hollânske kontekst ha dy begripen letter gauris in bytsje in oare betsjutting krigen. In boek dat dat moai útwiist is it *Kunstwoordenboek, of Verklaring van*

*altherhande vreemde woorden, benamingen, gezegden en spreekwijzen, die uit verscheidene talen ontleend, in de samenleving en in geschriften, betreffende alle vakken van kunsten, wetenschappen en geleerdheid voorkomen.* út 1824. Dat wurdboek is in belangrike boarne foar wa't begripte wol hokker wurden doe'tis as nij yn it Nederdúsk opnommen waarden. Lykas bygelyks it wurd 'nationaliseren': 'Nationaliseren, een door de franse omwenteling ontstaan woord: tot het voorwerp der gansche natie, of ook der natie eigen maken.'

It *Kunstwoordenboek* jout dêrneist ek oan dat der betsjuttingferskillen binne tusken deselde wurden doe en no. Lit ús de betsjuting fan it begryp 'genius' ris folgje, in noasje dy't men by Halbertsma nochaltris tsjinkomt en foar it begripen fan syn wurk en tinken belangryk liket.

P. Weiland's *Kunstwoordenboek* (1824) hat it folgjende:

Geniaaisch, sterkgeestig, krachtig. Genialiteit, vrolijkheid, sterkte van geest. Genie, de aanleg, natuur, het aangeboren geestvermogen, verstandbekwaamheid, verstandelijke scheppingskracht. Genie der taal, geest, eigenaardige kracht der taal. In de krijgskunst, betekent het woord genie, de oefende krijgswouwkunst.

Genien: (fabelk.) de beschermgeesten of schutsengelen der menschen. In de schilderkunst, gevleugelde beelden van engeltyes, naakte kindertjes, enz.

Genius, beschermgeest, beschermengel.

It supplement fan 1832 foeget dêr oan ta:

Geniales, godheden, die over het vermaak gesteld waren.

Genion, de kin, dewijl zich aan de kin het vlashaar als teeken van het ontwikkelend vermogen der voortplanting vertoont.

Genitalen: godheden, die in het oogeblik der geboorte over den mensch gesteld waren.

De tredde printinge út 1858 hat:

Geniaal: vindingrijk, vernuftig, scheppend. Genialiteit: oorspronkelijke geestkracht, vindingskracht. Genie: de natuurlijke aanleg, het aangeboren geestvermogen, verstandsbekwaamheid, verstandelijke scheppingskracht. Genie der taal: geest, eigenaardige kracht der taal. In de krijgskunst, betekent het woord genie, de oefende krijgswetenschap.

Geniales: godheden, die over het vermaak gesteld waren

Geniën: ev. Genius, (fabelk.) de beschermgeesten of schutsengelen der menschen. In de schilderkunst, geveugelde beelden van engelkes, naakte kindertjes, enz.

Genion: de kin, dewijl zich aan de kin het vlashaar als teeken van het ontwikkelend vermogen der voortplanting vertoont.

Genitalen: godheden, die in het oogeblik der geboorte over den mensch gesteld waren.

Van Dale 1984 jout it folgjende:

Geniaal (<Fr.-Lat.) bn. Bw. (...nialer, -st), 1. Bedeed met genie, buitengewoon begaafd [...] 2. (van zaken) blijk gevend van genie [...]; – (iron.) origineel maar onbekoekt [...]

Genialiteit, v., begaafdheid met genie [...] 2. Het blijk-geven van, gekenmerkt-zijn door genie.

I Genie: (<Fr.), o. (-ën), 1. de aangeboren gave van grote geesten die hen in staat stelt iets buitengewoons te scheppen; buitengewone begaafdheid en oorspronkelijkheid van geest [...]; 2. iemand die met genie (1) begaafd is [...]; 3. (niet alg.) geïnspireerdheid, geestdrift [...] 4. (gemeenz.) *genie in iem. hebben, krijgen* op hem verlied zijn, worden [...].

II Genie (<Fr.), v., g.mv., (krijgsw.) het wapen dat belast is met het aanleggen van alle militaire werken, m.n. die betrekking hebben op de verdediging van versterkte plaatsen [...]



Genius (Lat.), m. (geniën), 1. beschermgeest, schutsengel [...]; meestal mei *goed* verbonden; 2. (als term in de beeldende kunsten) de afbeelding van een geest als onder 1. in de gedaante van een gevleugelde jongeling.

By Weiland en Van Dale komt fierder noch de term ‘genitalia’ of ‘genitalia’ foar. Ek sûnder dy technyske oantsjutting foar ‘de teel- of scharadeelen’ (by Weiland) en ‘geslachtsdelen’ by (Van Dale), bliuwt by Weiland yn de wurden om ‘genius’ hinne noch in fikse poarsje seksualiteit oer. Yn 1824 sit yn de betsjutting fan ‘genie’ en ‘genialiteit’ eat fan ferstân, plezier en fruchtberens tagelyk. In 1984 wurdt ‘genie’ en ‘genialiteit’ ferbûn mei wat geastliks dat net mear oan ferstân fêstsit, en ek net oan plezier: it is lang net wis datst der aardichheid oan ha kinst, oan besieling. En foarsafer’t der noch in fruchtberens-aspekt oan sit, is dat hiel fatsoenlik wurden, allinnich noch in fruchtberens fan de geast. Allinnich it gewoane folk krijt noch sin oainoar.

De biograaf is warskôge. Hy sil om it achtjinde en njoggentjinde ienske discours oer de ‘genius der taal’, en de taalgeast, goed te begripen, him dat ferskil yn betsjutting bewust meisje moatte.

#### 4 ‘Genie’ as paadwizer

Wy kinne Weiland syn wurdboek beskôgje as in represintaasje fan de tinkwraâld fan njoggentjinde ienske yntellektuelen en publisisten. Weiland stelde syn wurdboek ommers gear op basis fan yn prinsipe ‘fremde’ wurden dy’t stadichoan ynboargere rekke wiene yn min ofte mear gelearde teksten fan om de ieuwikel hinne. Hoewol’t doe deselde wurden brûkt waarden as yn it hjoeddeistige yntellektuele discours, binne der ferskillen yn betsjutting dy’t omtinken ha moatte. Weiland is dus in belangrike gids foar in reis troch de njoggentjinde ieu. Mar wiist er ek de wei nei Halbertsma? Halbertsma syn tinken hoecht net folslein gear te fallen mei dat wat sa’n bysje as standert beskôge wurde kin foar it tinken fan de njoggentjinde ienske yntelligintia. De biograaf moat besykje derachter te kommen oft Halbertsma syn wurden en noasjes oars brûkt as syn tydgenoaten. Dat is nammerste wichtiger omdat Halbertsma nei myn beinken te maklik en te fanselsprekkend as lid fan in mienskip portrettearre wurdt.

J.J. Kalma yn syn opstellen yn de bondel *Joast Hiddes Halbertsma (1789-1869) Brekker en bouwer* út 1969, docht alle war om Halbertsma in plak yn de Fryske mienskip te jaan. Dat Halbertsma út Fryslân wei gie, en him yn Dimter nei wenjen sette, is Kalma dêrby aardich yn de wei. Hy kin soks allinnich in plak jaan as Halbertsma it sels einliks net wollen hat.

‘Sûnder mis is it ôfskied Halbertsma swier fallen. Hy hie to Boalsert freonen, dêr wie it Nut, it wie it plak fan Gysbert Japicx, hy koe dêr Fries wêze. Al sil er fierder syn hiele libben to Dimter bliuwe en krige er dêr ek freonen, hy bliuwt mei Fryslân forboun.’ (s. 16)

‘Né, to Dimter hat er him as Fries nea thúsfjeld. Hy wie in Fries en it binne dêr allegear Saksen, domme en dochts eigensinnige lju. Is der wol in thúsfjoar him, de ûnrêstige?’ (s. 32)<sup>6</sup>

Kalma moat ek fêststelle dat de ‘brekker en bouwer’ in man is dy’t foar himsels en oaren net maklik is. Hy portrettearret Halbertsma as ‘selsbewust’, ‘frijheidsteavjend’, ‘gefoelich’, ‘folle-easkjend’ ensfh. Dat binne ûnhandige skaaimerken foar ten dy’t lid wêze moat fan in mienskip. En dat moat er fan Kalma, want it is ommers de Fryske mienskip dêr’t er him as fryksinnich skriuwer foar ynset. Mei suggestive metafoaren, troch de notiid te brûken en retoaryske fragen te stellen, ûnderstreket Kalma Halbertsma syn fryskens – en alles wat dat oan ienfâldigens en gollens betsjut – dêr’t er kin. Dêr’t it *net* kin, om’t de skerpe kanten fan Halbertsma syn karakter him net as ienfâldich of gol sjen litte, besiket Kalma dêr yn myn eagen wat al te sljochte psychologyske ferklearingen foar te jaan.<sup>7</sup> Kalma is wol sa earlik Halbertsma syn skerpe kanten en syn út en troch paradoksale of streekriocht ûnbegryplike hâlden en dragen sjen te litten. Mar it liket as muoit it him, fynt er it spitich om’t er op dy manier fan Halbertsma skraachwurk de mienskipsman meitsje kin dy’t er fan him meitsje wol.<sup>8</sup>

<sup>6</sup> J.J. Kalma, ‘Kronyk fan it libben fan J.H. Halbertsma’ yn *Joast Hiddes Halbertsma (1789-1869) Brekker en bouwer* (Drachten: Laverman N.V., 1969). Kalma ferwiist mei syn ‘domme, eigensinnige Saksen’ nei de *Biografie van Deventer* dy’t Halbertsma nei alle gedachten yn 1868 of 1869 skreaun hat. Kalma neamt dat stik lykwols net. Hy brûkt de negative beskriuwing fan de Dimter ynwenners om Halbertsma posityf as Fries foar it ljocht te heljen. Hy giet dêrby foarby oan it feit dat Halbertsma oer Fritezen ek wolris raar guod spuit. Dêroer fierder yn dit artikel.

<sup>7</sup> In foarbyld is de kwesje fan de fiif professoraten dêr’t Halbertsma wol foar yn de beneaming kaam, mar dy’t lang om let syn noas foarby gongen. Halbertsma uieret him dêr geregeld oer, en fansels net yn positive sin. Kalma seit dêroer: ‘Men kin jin ôffregje, hwerom’t Halbertsma sa oan in professorat hongen hat. Hy hie jild genôch – fjouwer boerepleatsen en in goed traktemint fan 1700 à 1800 gounne – en koe publisearje safolle as er woe. Hy woe ek net sizze, hwat de professoare ornaris seinen en moast sels wol witten hawwe, dat it systeem krektlikemin foar him hwat wie as foar syn freon Seerp Brouwer. Der moat in stik ûnwissens west hawwe en ek ûnrêst, in gjin plak hawwen yn it libben, dat ûnderstreke waard troch it net-bineamd-wurden. It forlet nei nêstwaerme fan it ier selsstannige bern, dat let folwoeksen waard, is net beifredige.’ (‘Kronyk fan it libben fan J.H. Halbertsma’ yn *Joast Hiddes Halbertsma (1789-1869) Brekker en bouwer*, s.23)

<sup>8</sup> It stik fan Kalma dêr’t syn boadskip en swier oansette retoryk it bêste yn útkomt is ‘Kronyk fan it libben fan J.H. Halbertsma’ (*Joast Hiddes Halbertsma (1789-1869) Brekker en bouwer*, 9–32). Oare stikken fan Kalma yn dizze bondel

Goffe Jensma liket it byld fan de frysksinige mienskipsmann Halbertsma yn *Het rode tasje van Sahverda. Burgerlijk bewustzijn en Friese identiteit in de negentiende eeuw* fan 1998 in bytsje by te stellen. Om te begjinnen ûntmaskeret hy de saneamde Fryske plattelânskultuer mei oerâlde woartels as in konstruksje fan moderne boargerlike yntellektuelen.

Meestal wordt voetstoots aangenomen dat het Fries-eigene van oudsher een zaak van gewone mensen was, van het volk en van de boeren. We zullen hier, tegen deze stereotype voorstelling in, verdedigen dat in de behandelde periode – 1820-1880 – juist uitsluitend *burgerlijke elites* zich met Friese cultuur bezighielden en zich als Friezen profileerden. Friese cultuur was in de negentiende eeuw dus per definitie moderne burgerlijke cultuur. We zullen betogen dat het beeld van Friesland als een plattelandscultuur met oeroude wortels een uitvinding, een constructie is van voornamelijk uit de Friese steden afkomstige burgerlijke intellectuelen. Sterker nog: we zullen volhouden dat deze constructie bedoeld was als een bijdrage aan een nationale Nederlandse cultuur. (...) [Joost Halbertsma] was van deze burgerlijke intellectuelen met afstand de belangrijkste en hij zal in dit boek daarom ook aanvankelijk een van onze voornaamste gidsen zijn. (s. 21)<sup>9</sup>

Halbertsma wurdt by Jensma dus net twongen lid te wêzen fan de Fryske mienskip. By Jensma is Halbertsma in yntellektueel dy't yn 'e skrep is foar de nasjonale Nederlânske kultuer, in yntellektueel dy't it lykwols slim genôch fin dat er net (mear) ta dy ienfâldige Frysk mienskip hearde.<sup>10</sup> Dat is in weardefolle bystelling fan it byld dat fan Halbertsma bestiet. Mar sa't út boppesteand siraat wol bliken docht, wurdt Halbertsma fan it iene yn it oare lidmaatskip twongen. Yn *Het rode tasje van Sahverda* is Halbertsma net allinnich lid mar sels represintant fan de mienskip fan boargerlike yntellektuelen. It is bekend genôch dat Halbertsma geregeld yn tsjok waar rekke mei mienskippen fan boargerlike yntellektuelen. Foar in grut part fan de leden fan gelearde genoatskippen hie er net folle sympaty. De genoatskippen sels, en ek oare boargerlike ynstellingen en ynsitúsjes, mocht er graach de

<sup>9</sup> bime "Het gezin van 'den Olden'" (91–101); "Halbertsma as "dumnysharker" (202–208); "Halbertsma oer earmoed en drank" (214–223); "In sawntichjierrige op reis yn Ilaelje" (321–327); "Halbertsma en syn tiidgenooten" (339–346).

<sup>10</sup> Goffe Jensma: *Het rode tasje van Sahverda. Burgerlijk bewustzijn en Friese identiteit in de negentiende eeuw*. Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy, 1998. Yn Jensma syn opfetting set Halbertsma syn ienfâldich komôf, syn achtergrûn as bern fan it plattelân, bewust yn by it konstruearjen fan de Fryske plattelânskultuer. Benammen tsjin syn foarstelling as soe Halbertsma syn publyk it mienskipsliben fan it Fryske plattelân as ideaal foarsette, en it idee ha dat it eartiidts allegear bettere wite (*Het Rode tasje van Sahverda*, s. 64, 65) haw ik beswier.

geek oanstekke.<sup>11</sup> In biograaf sil Halbertsma syn libben en wurk net begripe kinne sûnder syn ferhâlding ta de yntellektuele boargermienskip yn syn ûndersyk te beheljen. Mar him as representant fan dy mienskip te sjen, bringt him neffens my op 'e doele.

Faaks soe it folgjen fan de noasje 'genie' by Halbertsma de biograaf op in oar spoor sette kinne. 'Genie' wurdt troch Halbertsma nochalris brûkt yn de betsjutting fan poëtysk ynstinkt. Bilderdijk is foar Halbertsma in 'genie'. Yn dat sjeny fan Bilderdijk sit neist poëtysk ynstinkt ek ferbylding en oarspronklikheid. Sa koe er ta grutte prestaasjes komme op literêr mêd. Mar literatuer, of leaver letterkunde, betsjutte oant en mei de earste helte fan de njoggentjinde ieu hast automatysk aktyf maatskiplike engaazjement. En letterkunde wie meast ek nau besibbe oan wittenskiplike dissiplines as skiednis en taalkunde. No soarge dyseide dichterlike oarspronklikheid derfoar dat in man as Bilderdijk yn syn taalkundich wurk de planke wolris folslein misloech, neffens Halbertsma. Halbertsma hat lykwols wurdearring foar in beskate mjitte fan 'genie' yn de wittenskip: it kin ommers nije insichten opsmite dêr't in wat beheinder wittenshipsman net oan ta komt.<sup>12</sup> Dat in sjeny yn it aldendeiske en maatskiplik libben net altyd like noffik is, wie neffens Halbertsma no ien kear de oare kant fan de medalje. Bilderdijk wie yndie in man dy't yn it gewoane kontakt mei minsken in protte fijannen makke.<sup>13</sup>

Alhoewol't Bilderdijk lykas Halbertsma warber wie op it mêd fan letterkunde, steatkunde, taalkunde en skiednis, sil net ien Bilderdijk as lid fan in

---

<sup>11</sup> Yn in brief (26 aug. 1836) bringt er Halbertsma op 'e hichte fan it feit dat er lidmaat makke is fan de Tweede Klasse fan it Koninklijk-Nederlandsche Instituut van Wetenschappen, Letteren en Schoone Kunsten yn Amsterdam, in ynstitút dat ynternasjonaal in protte oansjen hie. Van Lennep skriuwt: 'Wij hebben U gister avond tot Lid der Tweede Classe verkozen. Of gy met die eer nu veel of weinig op hebt, weet ik niet (...)' (PBL hs 6185). Gekoanstekekerij fan minder gelearde en rjocht boargerlike fermiddens, is fansels omraak te finen yn de *Rimen en teltjes*. 'It Boalsarter Nut' is in sprekkend foarbyld.

<sup>12</sup> Sjoch foar Halbertsma syn positive wurdearring fan de geniale kwaliteiten fan Bilderdijk yn it wittenskiplik discours, en foar Bilderdijk syn flaters op taalkundich en etymologysk mêd: Lida Zuit, 'J.H. Halbertsma en de taalkundige opvattingen van Willem Bilderdijk en Jacob Grimm' yn *Voortgang. Jaarboek voor Neerlandistiek* XVII, 1997/98, 207-227.

<sup>13</sup> Sels de mâlste bûtenstrongen moasten jo foar leaf nimme as it om in geniaal dichter gie, wie Halbertsma fan betinken. Yn in brief oan de gelearde H.J. Koenen fan 14 july 1868, skriuwt Halbertsma, nei oanlieding fan plannen foar in nije útjeite fan it wurk fan de Van Harens: 'Wat de zedelijkheid der van Harens betreft, de ondervinding heeft mij geleerd, dat een man van karakter met 't genie niet kan omgaan, zonder het alles, hoe gedrochtelijk ook, te kunnen vergeven, en wie harmonie tusschen de pen en het gedrag van 't genie zoekt, is een even groot zot als 't genie zelf. Ik houd mij in dezen aan 't woord van Bilderdijk, die door mij en Jeronimo de Vries gevraagd, hoe 't kwam dat terwijl de anderen hem hatelijk waren wij altijd de beste vrienden met hem bleven?' 'Daarvan is de reden, antwoordde hij, dat andere lui mij voor een wijs man aanzien, en Gijlieden wel weet, dat ik een gek ben.''' (Reveil Archief Verzameling Koenen, Universiteitsbibliotheek Amsterdam, catalogusnummer 5297).

mienskip besykje ôf te byldzjen. Dêr sil syn 'genie' ferantwurdlik foar wêze. Mar wêrom wurdt in skriuwer as Jacob van Lennep ek as ienling portrettearre, en net as mienskipsman? Jacob van Lennep koe goed mei minsken fan alderhande slach, neffens syn pakesizzer dy't in tsjokke biograaf fan him skreaun hat.<sup>14</sup> En hy naam in sintraal plak yn yn it maatskiplik libben. En dochs wurdt Van Lennep net beskôge as representant fan it folk of in yntellektuele elite. Hy wurdt ornaris portrettearre as de skriuwer en dichter Jacob van Lennep, dy't ek op steatkundich, of algemiener maatskiplik, mêd it ien en oare út de wei set hat.

Halbertsma giet troch foar in man dy't foaral maatskiplik dwaande west hat, oft it no wie as fryksinnich beweger avant-la-lettre of as Frysk yntellektueel dy't warber wie foar de Nederlânske steat. Dêrneist wie er dan ek noch skriuwer. Lykas Bilderdijk en Van Lennep. Halbertsma hie faaks net it sjenny fan Bilderdijk en net de freonlikens fan Van Lennep, mar it koe wolris fruchtbere wêze om him te sjen as skriuwer yn it earste plak, in man dy't troch syn teksten yn in beskate fernâlding ta minsken en mienskippen kaam te stean. En net oarsom. Lykas elke biograaf sil it ek de biograaf fan Halbertsma gean om it sjenny fan syn 'objekt'. Dan moat er dus by syn fertylding, poëtysk ynstinkt en oarspronklikheid begjinne. Lit him Halbertsma ris beskriuwe as ien dy't skreau en dêrnei, lykas Bilderdijk en Van Lennep, sûnder mis in bydrage leverje hat oan it opbouwen fan de Nederlânske steat, en de Fryske identiteit en wa wit wat noch mear. Mar net oarsom.

<sup>14</sup> Dr. M.F. van Lennep: *Het Leven van Mr. Jacob van Lennep* (twadde printinge; Amsterdam: P.N. van Kampen & Zoon, 1910) [Yn twa dielen]. M.F. van Lennep giet lkegoed wol yn op inkelde konfrontaasjes tusken Jacob van Lennep en oaren. Swerrichheden hie Van Lennep mei wat doedeftids wol 'ultra-liberalen' neamd waarden. Dat wiene nije boargertlike pommeranten dy't it maatskiplik discours sûntsjes mear en mear behearsken en fan Van Lennep en oare yntellektuelen it ferwyf krigen dat se gjin oar lûd hearre woene as har eigen. It hat der in soad fan dat dyselde liberalen fernhindere ha dat Van Lennep yn 1839 ta heechlearar beneamd waard. In anonime brief rôp op Van Lennep net te beaneamen. Stoch oer dy kweasje *Het Leven van Mr. Jacob van Lennep*, diel 1, s. 254–259. Ek Bakhuizen van den Brink hat nammers op 'e nominaasje stien om ta heechlearar beneamd te wurden, en waard ôfwiisd. Yn de yntieliding by in bondel mei losse opstellen van Bakhuizen van den Brink wurdt in brief fan Bakhuizen oan Truijke Toussaint oanhelle: 'La chaire de la philosophie à l'université de Leiden était vacante, les vœux de mes précepteurs, de l'université presqu'entière m'y appelaient. J'aurais obtenu cette place, malgré les menées d'un parti réactionnaire, qui se manifesta chaque jour d'avantage et que je considérais comme préjudiciable à la vraie science, au bien-être de ma patrie et à ses traditions glorieuses. Je n'ai cessé de les combattre.' (R.C. Bakhuizen van den Brink. *Van Hollandsche potaard* Studtjën en fragmenten. Keuze en inleiding van Abel Eppens (Amsterdam: I.J. Veen's Uitgevers Mij, N.V., z.j.), s. 13. Yn ferbân mei de ôfwizingen fan Halbertsma foar heechleararsposten, en de ynterpretaasje dêrfan, liket it my wichtich om te witten dat der yn dy tiid mear beftlike minsken heechleararsposten oan har foarbygean seagen, foar in part om politike, foar in part grif ek om persoanlike reden.

## 5 Foarmjende ferbylding

Om in krekte ynterpretaasje fan it begryp ‘genie’ by Halbertsma te jaan, is it oanheljen fan it gebrûk derfan yn ferbân mei Bilderdijk fansels net genôch. Foar in wiere ‘begrypsskiednis’ is mear nedich. Mei begrypsskiednis wurdt bedoeld it beskriuwen fan it funksjonearjen fan begripen yn in, meast nasjonale, kontekst, en yn in beskaat tiidrek. De ‘begripsgeschiedenis’ hat him de lêste jierren yn de wittenskippen as in aparte dissipline op in fruchtbere wize ûntjûn.<sup>15</sup> Yn Nederlân binne njonkelytsen moate boeken publisearre mei bydragen oer it funksjonearjen fan begripen as ‘vrijheid’, ‘vaderland’, ‘burger’ yn ûnderskate tiidrekken.<sup>16</sup> Soks soene jo ek dwaan kinne foar Fryslân. Jo soene ûndersykje kinne hoe’t in begryp ynâld en dus betsjutting krijt binne de spesifike sosjaal-ekonomyske, politike en kulturele kontekst fan Fryslân. It aardige dêrfan is dat noasjes as frijheid of folk gjin abstrakte en statyske ideeën bliuwe dêr’t elk fan tinkt dat er wol wit wat dêrmei bedoeld wurdt, mar dat it begripen wurde dy’t funksjonearje yn in beskate kontekst, dêr út wei betsjutting krije, en ek fan betsjutting feroarje kinne.

Foar in goed begryp fan Halbertsma syn tinken soe ek soksoarte fan ûnder-syk dien wurde kinne binnen in persoanlike kontekst. It funksjonearjen fan in stik of wat kaabegripen yn dy syn persoanlike kontekst soene dan fer-gelijke wurde kinne mei de betsjutting fan dyselde begripen yn in gruttere kontekst: hoe funksjonearret in begryp as ‘middenstân’, ‘folkskarakter’, ‘aristokrasjy’ yn teksten fan Halbertsma, en hoe ferhâldt him dat ta it eks-ploitearjen fan dy begripen troch oare skriuwers? Sit der ferskil tusken it funksjonearjen fan sokke begripen yn Halbertsma syn Frysktalige en syn Hollânsktalige teksten? Ik tink dat soks yn Halbertsma syn gefal hiel by-sûndere resultaten opsmite soe. Halbertsma wie him ommers hiel bewust fan de mooglikheden dy’t de taal jout om in werklikheid te ferbyldzjen. En wist hoe’t soks fuortsterke waard troch retoaryske middels, troch foardracht, ritme, en muzikaliteit. Dy foarm-aspekten fan taal binne by Halbertsma miskien noch wol wichtiger as de krekte betsjutting fan in wurd. It seit himsels dat jo by in man dy’t him sa krekt rekken-skip jout fan it gebrûk fan taal, by it ynterpretearjen fan syn teksten op jin iepenst wêze moatte.<sup>17</sup>

<sup>15</sup> De grûnlizzers fan dizze dissipline binne R. Koselleck, O. Brunner en W. Conze dy’t yn de jierren santich begûn binne mei har rige *Geschichtliche Grundbegriffe. Historisches Lexikon zur politisch-sozialen Sprache in Deutschland*. De rige bestiet út 8 bannen en is yn 1997 ôfslutten.

<sup>16</sup> Reeks Nederlânsde begripsgeschiedenis. Die I *Vaderland* (red. N.C.F. van Sas); die I *Vrijheid* (red. E.O.G. Huitsma Mulier en W.R.E. Velema); die III *Beschaving* (red. P. den Boer); die IV *Burger* (red. J.J. Kloek en K. Tilmans); die V *Republiek* (red. M. van Gelderen en W.R.E. Velema) is op kommandewei.

<sup>17</sup> Net allinnich sil syn klassike oplieding Halbertsma yngoand yn kontakt brocht ha mei de (klassike) retoarika, mar ek syn oplieding ta dûmny en syn sneinske prekerij konfrontearren him fansels mei de praktyk fan de ‘welsprekendheid’. Jan

Halbertsma syn teksten sels jouwe út en troch sinjalen dat it mei it ynterpretearjen hiel krekt komt. Sa warskôget in omskriuwing fan de Twentenaren yn syn stik ‘Weefschool te Goor’ foar it ûnderstellen fan in al te simpel idee oer it Fryske folkskarakter by Halbertsma. Guon trekken fan it folkskarakter fan de Friezen komme nammentlik likegoed by de Twentenaren foar.

Allerwege vertoonen zich hier dus bij afwisseling trekken van betweterij en van gezond door geene nieuwe wijsheid bedorven menschenverstand; van lomphheid midden in de gulste gastvrijheid; van zwiigende stugheid en naive onbeschaafdheid; van suffende onderwerping en alle Grooten braverende oorspronkelijkheid en onafhankelijkheid: scherpgeteekende trekken, in welke de bewoners onzer hoofd- en residentiesteden even moeijelijk eenen langgenoot, als in hunne voorvaderen van de 16<sup>e</sup> eeuw herkennen zouden.<sup>18</sup>

Halbertsma uteret him op wihoeofolle plakken oer de Friezen. Oars as wat fan Halbertsma troch in soad minsken ferwachte wurdt, is er – likemin as oer de Twentenaren – iensidich posityf oer de Friezen. Friezen binne by Halbertsma tûk op har romrolfe frijheid, en hawwe wat ûnferseftiks. Mar dêby binne se net altyd like foarkommend, troch har stoeffens earder sels wat lomp. Gollens, unôfhinklikens en oarspronklikens hawwe de Friezen mien-skiplik mei de Twentenaren. Lykas in ôfgris fan Flaalkjen.<sup>19</sup> It hat der in soad fan dat sawol de Twentenaren as de Friezen net ‘harsels’ mar wat algemieners represintearje: it binne ‘iânslju’, en as ‘iânslju’ wurde se foar de weak-wurden stedsjers oer set. Halbertsma jout dus de Twentenaren en Friezen in retoaryske funksje yn in debat oer identiteit. En dat docht er ek mei har folkskarakter. Halbertsma hat de Nederlânske naasje mei syn beskriuwing fan it karakter fan Twentenaren en Friezen in ikoan jaan wollen foar it foarmjen fan in nije identiteit, krekt omdat dy identiteit ôfsiltten wie, hast net mear werom te kennen ûnder de nijmoadrige oerflakkigens dy’t de Nederlanners rûnom weihellen. Under dy Nederlanners ferstie er foaral de stedsjers en de nije pommeranten; de minsken dy’t nei de revolúsje in stûm

---

Noordgraaf hat yn syn dissertaasje de beïjsjutting fan de ‘kanselwelsprekendheid’ foar de njoggentjinde ienke ûnjouwingen fan de taalkunde ûnderstreekt. Sjoch J. Noordgraaf, *Norm, geest en geschiedenis. Nederlandse taalkunde in de negentiende eeuw* (Leiden), 1985), s. 79-82.

<sup>18</sup> J.H. Halbertsma, ‘Weefschool te Goor’ yn *Overijsselsche Almanak voor Oudheid en Letteren* (1837), 81-121, op side 84-85.

<sup>19</sup> Opmerkingen oer it folkskarakter fan de Friezen komme troch it hiele wurk fan Halbertsma foar. Yn it hânskrift ‘Over het volkskarakter der Friezen’ dat útjûn is yn *Kent gif Halbertsma van Deventer? In tal nei útjome hânskriften fan Dr. J.H. Halbertsma*. red. J.J. Kalma (Drachten: Laverman N.V., 1969), 15-49, komt er wiidweidich mei fan alles foar it hjocht. Mear yn it algemien praat Halbertsma fan frijheidsleafde, grutskens, stoeffens en kiezzigens as er it oer it Fryske folk hat.

yn it kapittel kriegen hiene, yn Fryslân likegoed as yn Hollân. De grûntrekken fan it ikoan dat Halbertsma de Nederlânske naasje oanbiedt binne ynspirearre op it byld fan in man dy't himsels rêde kin, dy't gefoel fan eigenwaarde hat, dy't ûndernimmend is, dy't himsels wêze doart, en dy't syn ferstân op it goede plak sitten hat. Dy frije Friezen koene it ikoan moai in neiere ynfolging jaan. Se hiene wat foar op in protte oaren. Ynearsten omdat oer har al in ferhaal, in oerlevere pseudoskiednis fan frijheidsleafde, ûnôfhinklikens, rjochtfeardigens, ensfh., bestie. En fierder soe it hiel goed kinne dat se eksimplarysk wurde koene krekt *omdat* se oars wiene as gewoan, in oare taal hiene en in oare skiednis.<sup>20</sup>

It hat der in soad fan dat 'folkskarakter' by Halbertsma net begrepen wurde moat yn de betsjutting fan eat dat it wêzen fan in folk útmakket, syn essinsje. Net as in beskriuwing fan de *eigen aard* fan de Friezen. It is sels net sa dat Halbertsma de Friezen it ien of oare folkskarakter taskikte. Hy brûkte it byld fan Friezen dat troch skiedskriuwers en yn ferhalen foarme wie, en makke dêr in stimpel fan dat it Nederlânske folk in nije ynprininge jaan kinne soe. It feit dat 'karakter' oant fier yn de achttjinde ieu ûnder oaren betsjut: it slaan fan in munt, it setten fan in stimpel, it ynkrassen, it aktyf meitsjen fan in ôfbylding meitsje, makket it oannimlik dat Halbertsma de noasje karakter sa brûkt hat. Troch it hieltyd weromkommen fan de metafoar fan de ôfsliten munt yn Halbertsma syn wurk wurdt dat nammerste oertsjûgjender.

## 6 Fokus op feroaringen

Omtinken foar Halbertsma syn ferbylding, en de retoaryske middels dy't er dêrfoar brûkt, jout net allinnich de biograaf de mooglikheid Halbertsma út it betsjuttende ramt fan de Fryske of Nederlânske njoggentjinde ieu te wippen, en as persoan foar it ljocht te heljen, mar sil nei alle gedachten ek aspekten fan dy njoggentjinde ieu sichtber meitsje dy't oant no ta yn it tsjuster bleaune. Sa soe in ûndersyk nei de noasjes 'folk', 'middenstân' en 'aristokrasje' by Halbertsma wat dúdlik meitsje kinne oer de betiizjende ferhâldingen yn dy earste helte fan de njoggentjinde ieu tusken klassyk foarme yntellektuelen en de nije kulturele foarhoede. Dy yntellektuelen bûgden har oer it fraachstik fan de nasjonale literatuer wylst foar de nije pommeranten de nasjonale literatuer net mear in fraachstik mar in ideology wie. De mear aristokratyske

<sup>20</sup> Dat sjochst op oare plakken ek wol: in fallei yn Noarwegen dêr't hiel oar Noarsk praat waard as yn de rest fan Noarwegen waard yn de njoggentjinde ieu sjoen as it echte Noarwegen, fergelykber mei it Hylpersk of de Hylper folkskultuer yn it njoggentjinde ieuks Fryslân. Yn de dissertaasje fan Ad de Jong: *Dirigenten van de herimering. Musealisering en nationalisering van de volkscultuur in Nederland 1815-1940* (Nijmegen: Sun, 2001) wurdt op dat fersykensel yngongen.



hâlding fan de earsten – en dêr hearden minsken ta dêr't Halbertsma goed kontakt mei hie, lykas Jeronimo de Vries, Jacob van Lennep en dy syn heit D.J. van Lennep<sup>21</sup> – waard flink kritisearre, en ferlear eintsjebesút de slach. Halbertsma hearde ek ta dy generaasje fan yntellektuelen dy't noch in klassike foarming hân hie, mar wie fan ienfâldiger komôf. Yn Halbertsma syn wurk kin sûnder mis in wjerklank fûn wurde fan de wrakseling fan dy aristokratyske yntellektuelen dy't de klassiken wol ferrykje woene mei de nasjonale letterkunde, mar net fersmite woene yn it foardiel fan de nasjonale letterkunde.

Folle minder dúdlik is it hoe't Halbertsma him ferhâlde ta it strijen fan de nije boargerlike pommeranten. Guon begripen en noasjes dy't er brûkt, lykje wol har kant út te wizen. Mar Halbertsma permittearret him in folks-aardichheid dy't de boargerlike kultuer-pommeranten har noait permittearje soene. Dy nije pommeranten, dy't har yn neat ûnderskaten fan it ienfâldige fermidden as yn in bytse mear jild en in bytse mear netwurk, moasten ommeers krekt ôfsjân ta dat fermidden hâlde. Dat diene se troch in 'beschaavingsoffensief'.<sup>22</sup> Sy wiene it dy't ferantwurdlik wiene foar it nasjonale, moralisearjende, stichtlike en beheinde proaza fan de njoggenjinde ieu –

<sup>21</sup> Van Jeronimo de Vries is û.o. de 'Verhandeling over het nationale in onze dichtkunst', in lezing dy't er yn 1838 hâlden hat foar it Koninklijk Nederlandsche Instituut, en letter noch in kear foar trije oare genootskippers. De lezing is as oerprintsel út it lytskrift van N.G. van Kampen en J. de Vries *Hollandsche Maazijn van Letteren, Wetenschappen en Kunsten* ûnder dy titel los terskynd. D.J. van Lennep syn lezing oer 'het belangrijkste van Hollands grond en oudheden voor gevoel en verbeelding', en syn 'Hollandsche duintzang', beide yn 1827 foardroegen, jilde as de oantúnt foar it ûntwikkeljen fan it by útseik nasjonale sjenre fan de histoaryske roman yn Nederlân. Hoe dûbeid de belangrykste Nederlânske skriuwer fan datseide nasjonale sjenre, Jacob van Lennep, foar de nasjonale 'doktrine' oer stie, doch bliken út in ferskaat oan reaksjes, brieven, en opmerkingen dy't oanhelle wurde yn de boppeneamde biografy. Twa foarbylden: yn ferbân mei it professorat dat oan syn noas foarbygje, skriuwt Van Lennep oan syn freon A. Veder: 'Ziet gy (...), daarom verlangde ik alleen een profesoraat, om juist het tegenovergestelde te kunnen doen als mijn voorganger en, in stede van Vaderlandsche deugden en perfecties, eeuwwig op te hemelen, en den jongen lieden wijs te maken dat niets goeds en fraai was dan by ons, hen te kunnen waarschuwen tegen lafheid onzer natie, tegen dat fikflooiën van groote heeren, tegen dat gemis aan alle zelfstandigheid, hetwelk, God beger' t, ons pygneën zoozeer doet verschillen van onze voorvaderen (...)' (Dr. M.F. van Lennep, *Het Leven van Mr. Jacob van Lennep*, s. 258). Oer it ûnderwiis dat hieltyd 'nasjonaler' dtige te wurden: 'Die studie van het Gotsisch, Angelsaksisch, Middel-Nederlandsch moge zeer goed zijn voor filologen, maar zij kan er nooit toe strekken, om onzen stijl of onzen smaak te vormen, en die zoogenamde naïveteit, er van – 't eenige wat dan nog gebrek aan vorm, rythmus, kadans, maat, rijm, enz. vergoeden moet – geef ik graag present en ... lees liever Fransch!' (Ibidem, s. 133, 134)

<sup>22</sup> It idee fan in njoggenjinde iensk beskavingsoffensyf troch benamen de minsken fan de Maatschappij tot Nut van 't Algemeen wurdt algemien ûnderskreun. Goffe Jansma sjocht yn *Het rode tasje van Salverda* Joast Halbertsma as sa'n 'beskaver'. Ik leau dat Halbertsma syn posysje te búengewoan is om him te sjen as representant fan dit beskavingsoffensyf.

wylst ien as Van Lennep syn 'nasjonale' histoaryske romans yn it foarste plak foar syn plezier skreau. Skreau Halbertsma syn rimen en teltsjes allinnich foar syn plezier? Dat is net wierskynlik. Mar as er se mei in beskavingsoffinsyf foar eagen skreau, hie er oer dat 'beskaven' wol sa syn hiel eigen tinkbylden. Foar dy tinkbylden moat syn literêr wurk en syn gelearde wittenskiplik wurk op 'ferbylding' hifke wurde. Dêryn moat socht wurde nei it antwurd op de fraach hoe't er de spanning fan de aristokratyske yntellektuelen, dy't er sels ek fielde, keppelt oan syn folksaardige skriuwerij. Mei oare wurden yn Halbertsma syn 'ferbylding' moat socht wurde nei it antwurd op de fraach hoe't Halbertsma omgie mei de feroaringen dy't har yn dit tiidrek op maatskiplik en kultureel flak oppenaren. Omdat Halbertsma net folstein by de aristokratyske yntellektuelen heart, en ek net by de boargerlike pommeranten, kin syn wurk fan dy feroaringen faaks wat sjen litte dat yn it wurk fan oaren net foar it ljocht komt.

Dat dat wat feroare en dat dy feroaringen foar ûnrêst soargen, hat Pieter Weiland mei syn *Kunstwoordenboek* foar it neiteam sichtber makke. Yn it 'Voorberigt' ropt er op om dochs foaral geef Nederdútsk te brûken. Hy jout ta dat in manniichte frjemde wurden njonkelysien net mear út it taalgebrûk te kearen binne. Troch dy yn syn *Kunstwoordenboek* op te nimmen jout er se 'burgerregt', in rjocht dat er sadwaande nije frjemde wurden ûnthâldt.<sup>23</sup> Soartgelikese opropfen ta suverens sjochst yn de njoggentjinde ieu in soad. Troch hiel Europa hinne. Halbertsma giet ek geregeldwei yn de pleit foar suverens, en warskôget foar it ferdwinen fan eigenaardichheden yn talen en gewoanten. Yn it ramt fan de romantyk wurdt dan al gau praat fan nostalgia, fan langstme nei earder tiden. Dat liket befestige te wurden troch it ferskynsel, dat him ek yn dy tiid oppenearret, dat minsken saken dy't earder fanselsprekkend wiene, begjinne te sammeljen en te bewarjen, dialektwurden foar yn in dialektwurdboek, en gebrûkfoarwerpen foar yn in museum. Dat wurdt trochstrings ek ynterpretearre as fêsthâlde wollen oan it âlde, oan dat wat west hat. Mar it is de fraach oft dat wol sa begrepen wurde moat. Yn alle gefallen is it de fraach oft dat foar elkenien yn dy perioade gou. It sammeljen en bewarjen fan wat west hat jout yn earste ynstânsje foaral in gevoelchheid foar feroaringen oan. En dat is miskien net sa gek yn in perioade dat yn in grut part fan Europa in geweldige ferskowing yn hast alle tinkbere opsichten sjen lit, sosjaal, ekonomysk, polityk en wittenskiplik. Halbertsma wie ien dy't dy feroaringen mei in soad nijsgjirrigens folge. Dat er dêrneist ek meidie oan it sammeljen en bewarjen fan fuortrettsjend kultuergoed kin dêrom noch net opfette wurde as nostalgia nei earder tiden. Halbertsma syn sammeljen en bewarjen is faaks krektoarsom in sinjaal dat er mei beide skonken yn dy yngeand feroarjende wrâld stie. Dat er dêrnei in

bydrage leverre hat oan 'het beeld van Friesland als een plattelandscultuur met oeroude wortels' suet bûten kiif. It wurdt allinnich tiid dat wy wer gefoelich wurde foar it aktive, it dynamyske fan syn ferbylding. Dus foar de mooglikheid dat er dat byld fan de Fryske plattelânskultuer aktyf en bewust *as byld* ynset hat yn in discours fan dy feroarjende wrâld. It binne de njoggenjinde en tweintichste ienske konsuminten fan Halbertsma syn ferbylding dy't ferbylding ferwiksele ha mei byld, en byld wer mei werklikheid.

## 7 It biograafysk eintsjebeslút

It soe net bêst wêze as boppesteand ferhaal troch de takomstich biograaf opfette wurde soe as in program. Der soe gjin begjinnensein oan wêze. Foar biografyen is nammers ek gjin program te jaan. De biograaf moat sels it heft yn hannen nimme en fan dy biografy meitsje wat er meitsje kin. Oan in beskate frifjeid yn tinken, idee fan retoaryske prosessen, nijsgjirrigens, en histoarysk besef hat er folle mear as oan in program foar in Halbertsma-biografy.

Mei it boppesteande haw ik foaral dúdlik meitsje wollen hoe't omtinken foar it funksjonearjen fan noasjes en begripen in dynamyk sichtber meitsje kin, net allinnich yn it wurk fan Halbertsma mar ek yn de njoggenjinde ieu. Ik haw oanjaan wollen dat it de muoite wurdich is te syksjen nei de ferbylding yn teksten, en dy te ûnderskieden fan de bylden dy't dy ferbylding produsearret. It soe it dynamyske fan Halbertsma 'de ûnrêstige', en syn ieu fan feroaringen, better ta utering komme litte kinne.

## Literatuer

- Bakhuizen van den Brink, R.C. (z.j.)  
*Van Hollandsehe potaard*. Amsterdam.  
Halbertsma, bruorren, (1994)  
*Rimen en teltsjes*: Drachten (11<sup>de</sup> printinge).  
Halbertsma, J.H. (1837)  
'Weefschool te Goor', yn: *Overtijsselsche Almanak voor Oudheid en Letteren* (1837), ss. 81-121.  
Jensma, G. (1998)  
*Het rode tasje van Salverda. Burgerlijk bewustzijn en Friese identiteit in de negentiende eeuw*. Ljouwert/Leeuwarden.  
Jong, A. de (2001)  
*Dirigenten van de herinnering. Musealisering en nationalisering van de volkscultuur in Nederland 1815-1940*. Nijmegen.

- Kalma, J.J. (ed.) (1969)  
*Joast Halbertsma (1789-1869) Brekker en bouwver. Drachten.*
- Lenep, D.J. van (1966)  
"Verhandeling" en "Hollandsche Duinzang". Zwolle. (ingel. en toegl. door G. Stuiveling)
- Lenep, M.F. van (1910)  
*Het leven van Mr. Jacob van Lenep.* Amsterdam.
- Noordegraaf, J. (1985)  
*Norm, geest en geschiedenis. Nederlandse taalkunde in de negentiende eeuw.* [Leiden]
- Vries, J. de [1838]  
Verhandeling over het nationale in onze dichtkunst
- Wumkes, G.A. (1926)  
*Bodders yn 'e Fryske striid.* Bolsward.
- Zutt, L. (1997)
- 'J.H. Halbertsma en de taalkundige opvattingen van Willem Bilderdijk en Jacob Grimm', yn: *Voortgang. Jaarboek voor Neerlandistiek XVII*, 1997-1998, ss. 207-227.

#### Archivalia:

- Provinciale Bibliotheek Ljouwert, hs 6185
- Reveil Archief Verzameling Koenen, Universiteitsbibliotheek Amsterdam, cat. nr. 5297

#### Ensklopedyen en wurdboeken:

- *Aschehoug og Gyldendals Store Norske Leksikon* (3<sup>de</sup> druk, 1997)
- *Ascheoughs Konversationsleksikon* (5<sup>de</sup> druk, [deel 8], 1974)
- *Biographisch woordenboek der noord- en zuidnederlandse letterkunde* (2<sup>de</sup> omgewerkte druk, 1888-1891)
- *Brockhaus Ensklopädie* (19<sup>de</sup> geheel herziene druk, [deel 9], 1989)
- *Brockhaus Konversationslexikon* (14<sup>de</sup> druk, [deel 8], 1908)
- *De Grote Oosthoek* (7<sup>de</sup> uitgave, [deel 9], 1978)
- *Grote Winkler Prins Encyclopedie* (9<sup>de</sup> geheel herziene druk, [deel 10], 1991)
- *Katholieke Encyclopedie* (12<sup>de</sup> druk, [deel 12], 1952)
- *Meyer's Ensklopaedisches Lexikon* (9<sup>de</sup> geheel herziene druk, 1974)
- *Meyer's Konversation Lexikon* (5<sup>e</sup> druk, [deel 8], 1895)
- *Oosthoek Encyclopedie* (5<sup>de</sup> druk, [deel 7], 1961)
- Van Dale, *Groot woordenboek der Nederlandse taal* (1984)

- Weiland, P. *Kunstwoordenboek, of Verklaring van allerhande vreemde woorden, benamingen, gezegden en spreekwijzen, die uit verscheidene talen ontleend, in de samenleving en in geschriften, betreffende alle vakken van kunsten, wetenschappen en geleerdheid voortkomen* (1824, supplement van 1832, en 3<sup>de</sup> vermeerderde en verbeterde druk 1858)
- *Winkler Prins Algemeene Encyclopaedie* (5<sup>de</sup> geheel vernieuwde druk, [deel 8], 1935)
- *Winkler Prins Encyclopaedie* (6<sup>de</sup> geheel vernieuwde druk, [deel 10], 1951)



# Ferfalskingen





# ‘...als God er zooveel eeuwen over gewaakt heeft...’ Yntinsje en resepsje fan it Oera Linda-boek

*Goffe Jansma (Fryske Akademy)*

## 1 Ynlieding

De suksesfolste ferfalsker fan ús tiid sit op dit momint yn Utah, U.S.A., yn it keşjot. Mark Hofmann (†1954) is in normoan fan Dútsk komôf, dy't him as jonge al in grutte feardichheid eigen makke hie yn it neimeitsjen fan it hân-skrift fan ferneamde minsken. Hy begûn syn ymposante karriêre as fer-falsker yn eigen rûnte, mei it produsearjen fan dokuminten dy't foar de skiednis fan de Mormoanske tsjerke fan belang wienen. De lieders fan dy tsjerke (dy't tinkt my op himsels al in soartemint fan ferfalsking is) joeegen Hofmann mar al te graach grutte bedragen, ynearsten foar stikken dy't te pas kamen yn de noch jonge Mormoanske tradysje (sûnt 1830) en dy ek be-fêstigen en legitimearren. Letter – doe't Hofmann mear selsfertrouwen kri-gen hie en doe't syn fersel tsjin it gesach fan de mormoanske tsjerke de oerhân krige boppe syn godsdiensrich plichtsgefoel – kaam er, krekt oarsonn, mei foar dy tsjerke tige belêstende stikken. De lieders kochten dy ek graach op, no net om oan it folk sjen te litten mar krekt om se op te bergejen.

Behalven Mormoanske stikken leverre Hofmann, wat letter yn syn karriêre, ek autografen fan ferneamde Amerikanen. Hy ferfalske mei sukses it hân-skrift fan mear as hûndert fan sokken: fan Lincoln oant Mark Twain en fan Emily Dickinson oant Joseph Smith. Syn ferfalskingen wiene it wurk fan ien dy't it fak folstein master wie; se wiene eins net fan echt te ûnderskieden. Guon derfan binne mear as ien kear by Sotheby's feild.

Hofmann wie sa'n fakman, dat er op 'en doer wat al te maklik op syn eigen feardichheden begûn te fertrouwen en dêrnêst wat al te dryst ymvestearre yn in eigen kolleksje mei echte antike berneboeken. Hij naam hjir en dêr te folle kredyt op en dat makke dat er hieltyd mear en ek stees fierdergeande ferfalskingen oanhjiede moast; sa produsearre hy in eksimplaar fan ien fan de âldste printe stikken út 'e Amerikanske skiednis: "The oath of a Free-man", dat er foar in grou stik jild yn New York besocht út te smeljen. Uf-einlik rûn it dwerstjerkeard, net sasear om't er as ferfalsker út 'e bocht fleach, mar om't er himsels yn sa'n hopeleaze finansjele tastân menuvele

hie, dat er allinnich noch mar miende ûntsnappe te kinnen troch mei selsfabrisearre bommen twa fan syn skuldeaskers te fermoardzjen.<sup>1</sup>

Yn it ekstreme fan Hofmann syn saak sjoch ik oanlieding om in pear ek foar de beoardieling fan de Oera Linda-boek-affêre belangryke fragen op it aljemint te bringen, bygelyks dy nei it ferskil tusken in falsifikaasje en in mystifikaasje en ek de fraach wêrop't it al of net slagjen fan ferfalskingen en mystifikaasjes basearre is. De achterlizzende haadfraach soe dan wêze kinne of der in resept bestiet of in fêst senario foar de ideale falsifikaasje en/of mystifikaasje dat hûndert persint kâns fan slagjen hat. By de beântwurdig fan dy fraach sil ik as yllustraasje fansels it meast weromgripe op 'e Oera Linda-boek-affêre, in saak dêr't ik my yntinsyf mei dwaande holden ha.<sup>2</sup> Troch te fergelykjen mei in pear oare ferfalskingssaken wol ik besykje om it Oera Linda-boek en de skiednis deromhinne – de Oera Linda-affêre – ris te sjen yn it ljocht fan in mear algemiene typology fan de ferfalsking.<sup>3</sup>

## 2 Falsifikaasjes en mystifikaasjes

Alderearst wol ik ûnderskied meitsje tusken falsifikaasjes en mystifikaasjes. Dêrfoar nim ik op 'e nij it foarbyld fan Mark Hofmann ta útgongspunt. De reden dêrfoar is ûnder oaren dat syn saak ien fan de bêst dokumintearre ferfalskingssaken út 'e skiednis is. Dat komt mei troch it ekstreme karakter. Hofmanns sensasjonële moard-ferhaal kompleet mei rjochtbankferslaggen waard foar de Amerikaanske faction-industry *gefundenes Fressen*; der fer-skjynden rju, foarsafier't ik sjen kin meast troch de bettere ûndersyksjoer-nalist skreaune boeken oer de saak, dy't bekend kaam te stean as 'The Mor-mon Murders' of 'The Mormon Forgery Murders'. Dêr waard ek de fraach nei it geheim achter syn sukses yn steld.<sup>4</sup>

Ik optear, tegearre mei ien fan syn biografen, foar de mooglikheid dat in belangryk ûnderdiel fan Hofmanns sukses wie, dat er himsels hypnotisearje koe om sa yn dy hiel spesjale trance telâne te kommen dêr't de konsintraasje op wat net út 'e eigen motoryk fuortkomme kin dochs gelyk opgean kin mei de ûntspande nonsjalânse fan ten dy't in rûtinehanneling docht. Ik bedoel: Hofmann beeffde, hapere, skokte en betocht him net as er yn oarmans hân

- <sup>1</sup> Brûkt binne: Tanner, *Tracking the white salamander*; Worrall, *The Poet and the murderer*; Sillitoe en Roberts, *Salamander*; Naifeh en Smith, *The Mormon murders* en de Salt Lake City Messenger, Issue 89. Sj. ek de wiidweidige dokumintaasje op <http://www.utlm.org/topicalindexb.htm>, s.v. Mark Hofmann.
- <sup>2</sup> Foar de bewisfiering fan guon bewearingen wiis ik foarút nei de dissertaasje dy't wierskynlik yn 'e earste helte fan 2004 ferskine sil: *De gemaskerde god. François Haverschmidt en het Oera Linda-boek als moderne mythologie. Een anti-detective.*
- <sup>3</sup> Oer ferfalskingen: Ruthven, *Faking Literature*; Rosenblum, *Practice to deceive*; Grafton, *Forgers and critics*; Grootaers, *Maskerade der muze*.
- <sup>4</sup> Sj. nt. 1 hjirtoppje.

skreau. Hy depersonalisearre of better: repersonalisearre.<sup>5</sup> Dyselde gedachte komme wy faker tsjin yn boeken oer fertsjiskingen, bygelyks, om mar wat te neunen, ek yn Bernleis roman ‘De maker’. Ek dêryn liket de haadpersoan – in skilder dy’t him tekoart dien fielt – te feroarjen yn Vermeer op it stuit dat er syn hantekening ûnder syn skilderij de Emmaüsogongers set.<sup>6</sup>

Relevant is dêrnei wat ien fan syn oppassers oer Mark Hofmann fertelde: ‘He once told me that if he could create a document that is so well done that the experts declare it to be genuine, then for all practical purposes it is, and there is no fraud involved’. Mei oare wurden: as in ding sa goed neimakke is, dat it net fan echt te ûnderskieden is, dan is it echt. Dat is in finemintele observaasje, want trochdat se as fansels tsjinspraak opropt lit se ek as fanselsjen wat de basale ynset is fan elke falsifikaasje en ek fan elke mystifikaasje: nammmentlik autentisiteit. En dat is yn folle mear as yn ten opzicht it gefal. Fansels, it giet yn it earste plak om de autentisiteit fan it fertsjiske stik sels – it skilderij of de autograaf of it Oera Linda-boek –, mar it giet ek om de autentisiteit fan de auteur fan sa’n stik, of noch finaler om de echtheid van dy syn moraal. Is de Hofmann, dy’t i in net fan echt te ûnderskieden gedicht fan Emily Dickinson makket, net Dickinson wurden, ek al is dat mistken mar foar ewen? En wat soe der mis oan wêze om foar even Emily Dickinson wêze te wollen? De Hofmann dy’t Dickinson wurden wie, wist it net, hy dichte: ‘That God cannot /be understood / Everyone agrees /We do not know / his motives nor / comprehending his / deeds – // Then why should I / Seek solace in / What I cannot / Know? / Better to play / In winter’s sun / Than to fear the / Snow.’<sup>8</sup> Jo kinne joesels – op ‘e nij tegearre mei ien fan syn biograten – ôffreegje oft yn dit meisjen fan dit gedicht Emily Dickinson net ek wer weromferoare yn Mark Hofmann, of mei oare wurden de ynhâld fan dit gedicht net weromsloech op ‘e ûn- of ûnderbewuste driuwfear fan Hofmann. Hoe’t men dêr fierders ek oer tinkt, op syn minst moat de konklúzje wêze – en ek foar gefallen sa as bygelyks de ferneamde Ossian is dat wol konstatearre – dat yn it gefal fan in mystifikaasje of een falsifikaasje it begryp auteur slim problematysk is en dêrnei fansels ek de autorisaasje fan dy syn tekst.<sup>9</sup>

It meisjen fan in gedicht (sa as ik dat niis oanhelle) en dan – hast tagelyk, want alles grypt op sa’n stuit ymnoar – út in mei soarch útkeazen âld boek in lege side te skuorren, jinsels oer te jaan oan de konstruasje om yn oarmans hânskrift dyn gedicht – is it dines noch wol? – del te skriuwen, it

<sup>5</sup> Worrall, *Poet and the murderer*, 182-194.

<sup>6</sup> Bernlef, *De maker*.

<sup>7</sup> Worrall, *Poet and the murderer*, 291; Stillioe en Roberts, *Salamander*, 494, foar in oar foarbyld.

<sup>8</sup> Yn Worrall, *The poet and the murderer*, 5.

<sup>9</sup> Oer Ossian: Lynch, *Authorizing Ossian*; mear yn it algemiën: Ruthven, *Faking Literature*, 91-120.

sil by elke goede fersalsker in ekstatske foldienens, in gefoel fan almacht opwekt ha. En dus ek by Hofmann. Dochs as wy Hofmanns karrrière oersjogge – it duorre sa 'n fif jier ear't er tsjin 'e lampe rûn – dan waard dat inijsjele motyf op 'en djoer hieltyd mear nei de eftergûn drukt. De boarterij fan it begjin waard ta earnst, dy't útdrukt waard yn klinkende munt en dy't krêft byset waard mei it geknal fan selsmakke, deadlike bommen.

Krekt om dy reden moatte wy Hofmann oanmerke as in fersalsker en net as in mystifikator. Hofmanns yntinsje wie it om manuskripten te produsearjen dy't net fan echt ûnderskieden wurde koene en dy't – net ûnbetangryk – as sadanich jild opsmieten. It wêzentlike ferskil tusken in falsifikaasje en in mystifikaasje sit him, tink ik, ek net yn inijsjele yntinsjes, mar yn 'e manier wêrop't it produkt yn 'e wrâld brocht wurdt: oft de auteur besiket om it ûnopgemurken opgean te litten yn de werklikheid of dat er mei syn produkt de ferhâlding ta de werklikheid problematisearret en dêrmei miskien net allinnich himsels mar ek dy werklikheid dêr't it nei ferwiist op losse skroeven set. Yn in lyts skemaasje haw ik in tal skaaimerken, utersten foar inoar oer set en ûnder oaren útdrukt yn de formules 'A=B!' en 'A=B?'.

Skema 1	<i>Falsifikaasje</i>
<i>Mystifikaasje</i>	A=B!
A=B?	earnst
boarterij	jild
nocht en wille	bedroch
ferrifelderij	

Sa as elk skema ferrifelt ek dit in bytsje, want út de skiednis fan fersalskingen docht fansels bliken dat der in protte tuskenstappen en gradaasjes mooglik binne en ek dat guon gefallen yn de iene faze in mystifikaasje neamd wurde kinne (bygelyks yn it proses fan it meitsjen), wylst at se dêrnei (bygelyks yn 'e resepsje) trekjes fan in falsifikaasje krije. Yntinsje en resepsje hoege mei oare wurden net opinoar oan te sluten. Ik kom dêr aanst noch wol wer op werom't en ek op de reden wêrom dat sa is. Soks hat nammentlik it gefal west hat mei it Oera Linda-boek.

### 3 It komôf-ferhaal as fêst ûnderdiel fan falsifikaasjes en mystifikaasjes

Ear't ik dêr neier op yngean wol ik earst myn eksposee noch wat fierder komplisearje en wize op in bysûnder, faak fergetten skaaimerke sawol fan mystifikaasjes as fan falsifikaasjes: it komôfferhaal en dêrmei fansels de

manier wêrop't falsifikaasjes en mystifikaasjes de wrâld ynloadst wurde. It komôfherhaal stiet net los fan, mar makket in fêst diel út fan elke mystifikaasje/falsifikaasje.

Om dêby noch wat ekstra kontrast oan te bringen, sadat aanst it Oera Linda-gefal namste skerper útkomt, yntrodusearje ik noch in oare ferfalsker/mystifikator, nammentlik Gerben Colmjon. Dy tweintichste-ienske boekhanneler en literêr-histoarikus (dy't net deselde is as de nijggentjinde-ienske Gerben Colmjon dy't syn pake wie en dy't yn de Oera Linda-boek-affêre noch in byroltsje hân hie) joech yn 1953 *De Nederlandse letteren in de 19<sup>e</sup> eeuw* út.<sup>10</sup> Yn dat boek joech Colmjon rom om'tinken oan it Oera Linda-boek en oan de lju dy't er foar de auteurs oanseach: Eelco Verwijs, François HaverSchmidt en Cornelis over de Linden.

Colmjon ferkundige dêrmei gjin oarspronklike en nije miening. Dyselde fisjy op 'e autorisaasje fan it Oera Linda-boek wie in reprise fan wat Johan Winkler oan it begjin fan de tweintichste ieu ek al nei foaren ta brocht hie. Colmjon syn miening oer de ynâld fan it boek stipe, tinkt my, it meast op wat Murk de Jong yn syn artikels, brosjueres en benammen fansels yn syn *Het geheim van het Oera Linda boek* (út 1927) dêoer nei foaren ta brocht hie. De Jong hie it Oera Linda-boek sjoen as in parody op 'e midsienske en humanistyske fantasyske Fryske skiedskriuwing.<sup>11</sup>

De Jong hie – folle mear as wa oars ek foar him – de tekst fan it Oera Linda-boek sels yngeand bestudearre en ûndersocht op kodikologyske, taalkundige en literêre kwaliteiten.<sup>12</sup> Foar wa't him no foar sok ûndersyk nei de tekst, yn De Jong's fuotleasten, net weiwynnt, slet dy syn gelyk bûten kiif.<sup>13</sup> It Oera Linda-boek is net echt en wat folle mear is, it is ek net oer alle boegen earnstich bedoeld, mar foar in grut part parody. In inkel foarbyld folsjiet wol om dat sjen te litten. Hiene de midsienske en humanistyske histoarisj út dy fantasyske of apokrifte tradysje bygelyks oannommen dat Fryslân yn 313 foar Kristus stichte wie troch in luitenant fan Alexander de Grutte dy't fan Friso hjitte (fandêr ek de namme Fryslân), it Oera Linda-boek miende dat dyselde Friso yndie wol út India ôfkomstich wie, mar op syn bar wer in ôfstammeling wie fan in al om 1500 foar Kristus hinne, nota bene ûnder

<sup>10</sup> Oer Colmjon sr., sj. Kalma, *Hoeder fan it erfskip*; Colmjon, *Nederlandse letteren, 217-229*. Sj. Poortinga, 'Pûden fol heale wijsheit' foar in krityk.

<sup>11</sup> Boeles, 'Johan Winkler's nagelaten geschrift'; De Jong, *Het geheim van het Oera Linda-boek*, passim., y.i.b. 134.

<sup>12</sup> Sawat de iemngen dy't bûten De Jong serious om'tinken jûn ha oan it boek as selsstannich literêr of histoarysk produkt binne by myn witten: Hessel Miedema, *Codicologische beschrijving* en Arthur Hübler, *Wirth und die Ura-Linda-Chronik*. Yn it ramt fan myn ûndersyk haw ik manuskript en tekst ek yngeand bestudearre en op grûn fan dy analyse in nije edysje fan it Oera Linda-boek taret, dêr't in faksimilee, in translatsje, in oersetting en ûnderskaie apparaten yn opnommen binne en dy't tegelyk mei myn proekskrift ferskine sil. Ik stearje dêr hjir foarriedich út as *OLB*, siden/rigelnr.

lieding fan de dochter fan Grutte Pier, út Fryslân wei nei India emigrearre koloanje Friezen.<sup>14</sup> De namme Fryslân stamt neffens it Oera Linda-boek dan ek net fan Friso mar fan Frya, de stam-mem fan alle Friezen, dy't oait yn in fier ferline in oarspronklike, suvere, heechsteande, blanke beskaving kend hiene, dêr't de Europeeske en klassike beskavingen mar ferbastere foarmen fan wiene.

De Friezen dêr't Friso fan ôfstamde, wiene doetiids foar it geweld fan Finnen en Feniciërs Europa útflechte. Yn 2193 foar Kristus wie nammentlik 'âldlantis' splis kommen te stean (de namme is in dûbelsinnige Oera Linda-boekse ferwizing tagelyk nei 'it âlde lân' as nei Atlantis) en it gefolch wie dat dy prachtige oerbekaving ûnder de foet rûn wie troch rûchhouwers ûnder oare út dat Atlantis en út it easten en it suden wei: Finnen, Magyaren, Feniciërs en Goalen. Yn sa'n histoaryske parody leit de kolder fansels mar foar it opkrijen. It is De Jong syn fertsjinste dat er it Nederlânske publyk dêr opmerksom op makke hat.

It is wol goed om op te merken dat der yn it Ynterbellum tagelyk ek in hiel oare belangstelling foar it boek bestie. Trochdat Ottoma yn syn útjefte de dûbelsinnichheid fan it boek gjin rjocht dien hie, mar de tekst útjûn en oerset hie út it idee wei dat dy wie wat se sei, seagen guon de humor, de irony en de dûbelsinnichheid net. Of woene dy net sjen. Herman Wirth – in Dútse professor fan Nederlânsk komôf en de earste direkteur fan *Das Ahnenerbe* – besocht yn dy snuorje om it boek ta paadwizer fan it Dútse kultuerbelied te meitsjen en yn safier hie er sukses dat yn nazy-Dutslân it boek yn in Dútse útjefte op guon legerre skoallen ta lêsstof makke waard. Wirths strijpen mislearre lykwols. Yn 1934 wie er yn in iepenbier akademysk debat troch betûfte wittenskippers oanfallen en ûnderûthelle.<sup>15</sup>

Yn de tiid dat Colmjon him mei it boek dwaande hâlde, oan it begjin fan 'e jierren fyftich fan de foarige ieu, wie der sadwaande yn Nederlân hast net ien mear dy't noch yn 'e autentisiteit fan it boek doarst te leauwen en wie it stânpunt fan De Jong it meast akseptearre. Colmjon fûn dan ek dat de auteurs har enerzjy mar raar fergriemd hiene.

[We mogen...] het betreuren dat die zo bekwame mannen zich niet tot taak hebben gesteld een serieus aandoend handschrift te vervaardigen, dus een volledige mystificatie, die dan nog gerust van fantazieën had mogen wemelen ... Wanneer zij een dergelijk manuscript aan het licht hadden gebracht, hoeveel meer verdedigers zou het hebben gevonden, ook in Duitsland, waar nog vóór de tweede wereldoorlog prof. Wirth te

<sup>14</sup> Yn it Oera Linda-boeks hjit sy fan GÉRT-PIRE-HIS-TOGADER, de omsetting fan letters leit foar de hân; sj. OLB, 72/2, 73/31, 74/5, 74/8, 74/16, 78/24 en 95/11; sjoch ek Wumkes, 'De tragi-comedie van het Oera-Linda-Bok', dy't datselde opmurken hat.

<sup>15</sup> Wirth, *Die Ura Linda Chronik*; sj. ek Wiwjorra, *Herman Wirth*.

Marburg de kern van het Oera Linda Boek voor oorspronkelijk hield! En als hoe méér waardevol uit litterair oogpunt had men die serieuze mystificatie mogen beschouwen, al had deze niet meer studie en denk-arbeid vereist dan het O.L.B..<sup>16</sup>

Colmjon sil miend ha dat de auteur de grins tusken fiksje en werklikheid te skerp lutsen hie, dat de kolder der te útrwydsk hinne lei. Dêrmet hie er krekt folstein ûngelyk; benammen syn opmerking oer de literêre wearde fan it boek is der fier by troch.

Beide wat de yntinsje fan de auteur oangiet as de resepsje fan it boek hat Colmjon it ferkearnd sketten. Wat dat lêste oambelanget, de nazys út it Ynterbellum krigen opfolgers; sûnt de jierren santich fan de foarige ieu fûn it Oera Linda-boek ûnder New Agers nije leauwigen. It is sûnt al twa kear publisearre op it Ynternet, is in pear jier lyn nochris yn in Súdafrikaanske fersy útkommen – ‘Die verstomvende verhaal van Atlantis waar Afrikaans 4000 jaar gelede sy ontstaan gehad het’ – en is sadwande útgroeid ta ien fan dy (pseudo-)religieuze New Age-kult-teksten dy’t, blykber trochdat minsken der hâldfêst yn fine, op de meast ûnferwachte plakken hielyd mar wer opdûke. Is it net by it iensume nei in úthoeke fan Sina emigrearre Amerikaanske frommes dat ik oait oan ‘e tillefoan hie en dat yn katastrofes yntessarre wie, dan is it wol by it Australyske famke, dat my fertelde dat se it boek lêzen hie, mar it doe al koe om’t se it earder al in kear dreamd hie.

Mar werom nei Colmjon. Dy waard sels it libbene bewiis fan dat eigen ûngelyk. Hy besocht nammentlik de grap sels nochris op ‘e nij út te heiljen, mar dan nei syn beinken goed. Hy joech doe *That Thousandste Jâr* út, in sabbeare Aldsaksyske kronyk út it jier 1000.<sup>17</sup> Yn syn ynhieding fertelde er, dat er it hânskrift fûn hie by syn tante Hilda Colmjon yn Ljouwert op ‘e souder. It soe oerlevere wêze as in njoggenjinde-ieuuske kopy, dy’t letter weiwurden wie, mar dêr’t Colmjon fan tocht dat er wol by de Fristis Von Richthofen welkomme koe. Colmjon hie net allinnich it boek fûn, hy joech it ek út en skreau de kommentaren en ferkleurende apparaten dêrby. De hiele mystifikaasje bleau dêrtroch yn hâlderstân, de eigen hân. Dat wie al te simpel, te sabbeare tafallich, te trochsichtich. Behalven de teoloog dr. K.H. Boersema, dy’t fuortendaliks yn in earnstich haadredaksjoneel kommentaar troch de Ljouwertier Kranke werom wiisd waard, wie der dan ek nimmen dy’t ek mar in bytsje leauwe woe oan Colmjons mystifikaasje. In tal resinsinten spilen, it liket hast wol út meilijen, yn trochsichtige resinsjes it spultsje noch even mei!<sup>18</sup>

<sup>16</sup> Colmjon, *Nederlandse Letteren*, 225-226.

<sup>17</sup> Colmjon, *That thousandste jâr*.

<sup>18</sup> *Leauwarter Courant*, 1 septimber 1958. Gearfettingen fan resinsjes ûntliende ik oan in troch Antiquariaat Exel te Lochem opmakke folder, dy’t yn it troch my oantûgede eksimplaar stiet.

Oer de yndied histoarysk sjoen serieuze, mar dêrtroch slim drege, ien-diminsjonale ynhâld fan Colmjons boek falt in soad te sizzen. It docht der hjir lykwols net sa folle ta. It tekoart oan sukses fan *That Thousandth Year* komt folle mear trochdat Colmjon ien wêzentlik skaaimerke fan falsifikaasjes oer de holle seach of yn alle gefallen bot ûnderskatte, nammentlik de manier wêrop't se de wrâld ynbrocht wurde moatte. Jo kinne noch sa knap in fer-falsking of in mystifikaasje yninoar sette, as jo net mei in plausibel ferhaal oer it komôf komme, dan wurde jo net leaud.

By Mark Hofmann, de mormoan, wie dat ûnderdiel prachtich ienfâldich en effektyf fersoarge. Dy wie nammentlik antikwaar, hanneler yn âlde dokuminten en hy smokkele syn falske stikken tusken de echte yn. Yn rûnten fan sokke hannelers is it boppedat blykber wenset om om privacy-reden oer it komôf fan stikken net al te bot troch te freegjen. Ek de yn Europa folle bekende ferfalsking fan de dei boeken fan Hitler dûkte op by in wat obskuerere hanneler yn hânskriften yn Stuttgart, Konrad Kujau, dy't uiteinlik sels de makker blik te wêzen.<sup>19</sup>

Al hoe grut de ferskillen tusken ferfalskingen en mystifikaasjes ek wêze meie, se ha allegear fan gefal ta gefal ien trek mienskiplik: se moatte de wrâld yn. Of yn oare wurden se moatte út it ryk fan de fiksje wei de werklikheid ynbrocht wurde. Dêr binne allyd op syn minst twa figueren foar nedich: in yntermediêr en in autorisator. Immen – it kin de auteur sels wêze, mar ek in ynhierde figuer – moat it falsum by in mooglike autorisator delizze mei in plausibel ferhaal oer it komôf. De autorisator moat dêrnei oan dat ferhaal en oan de echtheid fan it ferfalske stik leauwe en dat leauwe ek publyk útdrage. Grut ferskil tusken beide is dat de intermediêr yn it komplot sit en de autorisator per defynysje net.

Stereotyp is hjir wol de Ossian, de ferneamde achttjinde-ieuwe Skotske ferfalsking.<sup>20</sup> De skoalmaster James MacPherson liet oan in ynteressearre – hy hjitte fan Home – witte dat er op syn reizen troch de Skotske heechlannen fragminten van oerâlde gedichten yn it Gaelic fûn hie. Home brocht dêrnei MacPherson, dy't sels de makker wie, yn kontakt mei de ferneamde kritikus Hugh Blair. Dy biet ta en makke de Skotske ûntdekking bekend. Fan doe ôf reizge de Ossian as de goarre troch literêr Europa. De krityk fan saakkundigen as David Hume en Samuel Johnson lôge dy belangstelling allinnich noch mar fierder op. De rolferdieling is hjir yn dit foarbyld folslein dúdlik. MacPherson spile de dûbelrol fan makker/yntermediêr, dy't it komôf-ferhaal fertelde; Blair wie de autorisator. Heechút kin men noch bygedachten ha oer de tuskenpersoan Home.

<sup>19</sup> Sjoch In 't Veld, 'De dagboeken van Hitler'.

<sup>20</sup> Gaskill, *Ossian revisited*.



#### 4 It komôf-ferhaal fan it Oera Linda-boek

Dy helderheid mist folstien yn it gefal fan it Oera Linda-boek. Foarsafer as ik sjen kin is it sawol formeel as ynhâldlik ien fan de meast komplekse ferfalskingen út de wrâldliteratuer. Yn skema 2 haw ik wjerjûn – ik begjin mei wat formele aspekten – op hokker manier it hânskrift de wrâld ynkommen is, mar leafst fia sân of acht persoanen en yn ferskillende fersys: orizjineel, calques, kopyen en foto's.

Op ien útsûndering nei hoecht der gjin twifel te bestean oer de werklikheidswearde fan dit skema; net ien fan de neamde belutsenen soe, as jo him der noch nei freegje koene, ûnstride dat it sa gien is as it hjir stiet.

Dy útsûndering is wol fan belang en betreft fansels de earste kolom, dêr't it komôf-ferhaal yn stiet, sa't Cornelis over de Linden dat fertelde. Hy wie de earste dêr't wy mei wissichheid fan witte dat er it boek besiet. Syn ferhaal wie dit. In jier foar har dea yn 1849 hie er mei syn muoike Aafje Meylhof-Over de Linden út Enkhuzen troch har tûn kuiere en hie er dêr oan in parre-beam trije moate Sint Lourensparren hingjen sjoen. Dy diene him daliks tinke oan syn pake, want dy hie him ek op in kear, as lyts úrfanhuúzjend bûkemanisje, samar sa'n par jûn, fan dyselde beam. Doe't er dat in bysje sentimenteel oan Aafkemuoi fertelde, doe hie dy op har bar wer foar de geast krigen hoe't sy – 'O ja, nu je het toch over Grootvader hebt!' – it ten of oare hânskrift oerdien krigen hie, dat al ieuwen yn de famylje fan generaasje op generaasje trochjûn wie. Pake hie har eksplisyt de opdracht jûn om it oan syn pakesizzer Cornelis te jaan.<sup>21</sup> It is in geniaal komôf-ferhaal dêr't – ik sil yn myn boek sjen litte hoe – widweidich op om oefene is en dat krekt troch dy idioate, sa spontaan lykjende assosjaasjes oertsjûget. Sa mâl kinne jo it dochs net betinke, dat moat wol wier wêze!

Yn it skema steane stees in tal skaaimerken opneamd fan de minsken dy't mei it boek fan dwaan hân ha: it jier dêr't se dermei yn oantrekking kamen, har berop, har wenplak en yn de lêste rigge ek yn hokker fersy sy it hânskrift sjoen ha. Op dat aspekt kom ik aanst noch werom.

Hoe moatte wy dit skema no ynterprearje? Fansels, al dizze jiu wiene betelle, mar dat hoecht alderearst noch net yn te hâlden dat sy ek allegear bewust belutsen wiene en yn it komplot sieten en de belutsenens fan sa'n protte minsken hoecht – dat as twadde – fansels ek net de yntinsje fan de auteurs west te hawwen. Ien ding stiet lykwols fêst: yn dizze kliber minsken moat teminsten ien yntermedjêr sitte en ien autorisator. No is it folstlein dúdlik wa't úteinlik de rol fan autorisator spile hat en it Oera Linda-boek ta sa'n suksesnûmer makke hat: de konrektor fan it Ljouwerter gymnasium, Jan Gerardus Oltema. Ein 1870 krige dy it hânskrift ta syn foldwaan en eins

<sup>21</sup> De tekst by Beekering Vinckers. *Wie heeft het Oera Linda-Boek geschreven?*, 19-29.

fuortentaliks ferklearre er it foar echt en begûn er mei syn tariedingen foar de újefte fan it boek, dat yn 1872 ferskynde en yn 1876 nochris werprinte waard.<sup>22</sup>

Oer de rol fan Cornelis over de Linden hoecht ek net lang twifele te warden. Yn dy syn yn Tresoar, lokaasje Provinsjale Bibliotheek bewarre nei-littenskip fynt men dêr by de rûs de bewizen fan dat er meiwurke hat. Over de Linden hat witten wêr't it om te rêden wie. Mar wie er auteur? En wat mear is: wie er de iennige auteur? Dêroer is ek, op 'e nij troch de ferliking fan Over de Lindens eigen geskriften mei it Oera Linda boek, mei wissicheid útslútsele te jaan. Over de Linden wie in frijinker dy't sa syn eigen ideeën hie oer godstsjinst en dy op syn frije sneintemiddeis ek delskreau en

Skema 2 It paad fan it Oera Linda-boek de wrâld yn

<i>Jier</i>	1867	1867	1867	1867	1869	1869	1870
<i>Namme</i>	C. over de Linden,	Harmanus Siderius,	Jan Frederik Jansen,	Eelco Verwijs,	Frans Goslings	Johan Winkler,	Jan Gerardus Ottema,
<i>Berop</i>	skips-timmerbaas,	ferver/fotograaf,	haad-master,	argivaris/biblioteekaris,	student	dokter,	komrektor/klassikus,
<i>Wenplak</i>	Den Helder	Harns	Harns	Ljouwert	Leiten	Ljouwert	Ljouwert
<i>Fersy</i>	Orizjineel Calques	Calques	Calques	Calques Orizjineel Kopy G.	Orizjineel Kopy G.	Kopy G. Calques Orizjineel Ujefte	

sa binne der sa'n 2500 siden manuskript bewarre bleaun dy't fia it neiteam yn Tresoar, lokaasje Provinsjale Biblioteek telâne kamen. Wa't dy yn alle opsichten – wat grammatika, syntaksis, stavering en hânskrift oangiet – allerberoerdste skriuwsels fergeliket mei de tekst fan it Oera Linda-boek sels, mei konkludearje dat Over de Linden wol oan 'e tekst mei-arbeide en dy ek ôfskreaun hat. Oan 'e oare kant docht út sa'n ferliking ek bliken dat er yn de fierste fierte net de *actor intellectualis* fan it boek west ha kin. De minste sin út it Oera Linda-boek is om it sa te sizzen noch altyd in stik better as de bêste út de manuskripten fan Over de Linden.

Under al dy oare hearen, tusken Over de Linden en Ottema yn, binne de rollen minder dúdlik ferdield. Hoe sit it mei Cornelis Over de Lindens goeie maat en kollega-frijinker Harmanus Siderius út Harns, mei dy syn stedsgenoat Jan Frederik Jansen, satyrysk-iroanysk ynsteld skoalmaster en oprjochter fan de liberale *Friesche Courant*, mei Eelco Verwijs, oan wa't Jansen it hânskrift oerdien hie om't er fûn dat Verwijs de saakkundige yn

<sup>22</sup> Ottema (ed.), *Thet Oera Linda Bok*.

Fryslân by distek wie, mei Frans Goslings dy't twa jier letter it hânskrift yn gewoane letters oersette en mei Johan Winkler, dy't dy kopy wer taskikt krige om fear it Frysk Genoatskip oer de autentisiteit in oardiel te jaan?

It is fierders opfallend hoe'n protte hânskriftlike fersys der fan it OLB oanwêzich west ha. Alderearst is der fansels it hânskrift, dat no as manuskript yn Treoar, lokaasje Provinsjale Biblioteek bewarre wurdt en dat trochgean kin foar orizjineel. It is op brûnmakke papier skreaun yn in spesjaal ûnrwûpen skriftsoart (it moat in bytsje op runen lykje) en yn in taal dy't op it each it meast fan Aldfrysk hat. Dat manuskript woe Over de Linden net ôfstean, om't it – sabearre – te weardefol wie om samar mei de post mei te dwaan en dus makke er op trochsiechtich postpapier oetrekseis. As men dy calques oer it orizjineel leit docht bliken dat dy yndie makke binne neffens it orizjineel.<sup>23</sup> Dat liket miskien net mear as logysk, mar hoecht yn in fertsjingsaak net sa te wêzen. Yn it gefal fan de Ossian begelyks, sei MacPherson dat dêr fan de oersetting dy't er oan Blair taspile Kelyske orizjinelen bestiene; earst desennia letter, doe't er der slim op ferge waard, hat er dy sels produsearre.

Ureinlik kamen, fia Siderius en Jansen, de calques by Verwijs telâne. Dy sei dat er net oardielje wol op grûn fan ôfskriften en frege it orizjineel, mar Over de Linden tocht der net oan om dat ôf te stean; it wie in te weardefol famyljestik. Sa ûnstitie in pastelling dy't twa jier duorre. Doe earst besleat it Frysk Genoatskip, dêr't Verwijs de saak yn oan 'e oarder steld hie, om jild te reservearjen foar ien dy't it hânskrift ôfskriuwe kin. Under tafersjoch fan Verwijs kopiearre, yn de simmer fan 1869, de 22-jiere âlde student yn de klassike letteren Frans Goslings – in achterneef fan Verwijs – it hânskrift. Ik merk op, dat Over de Linden no ynienen it orizjineel wol ôfstean woe.

Noch altyd wie it boek sa op syk nei ien dy't it autorisearje soe. Mar, as dy der al komme soe, dan moast dy it no dwaan mei in ôfskrift yn gewoane letters en moast er dus ôfgean op 'e taal en op 'e ynâld; in hânskriftlik ûndersyk fan papier en inkt wie net mooglik. Neidat de Ljouwerter dokter en dilleant-taalkundige Johan Winkler it hânskrift yn opdracht fan it Frysk Genoatskip ûndersocht hie en mei in negatyf einoardiel weromjûn hie, krige Otema it yn hannen. Op basis fan de kopy Goslings en in stikmannich calques autorisearre dy de tekst sûnder ien inkel probleem. Nei alle gedachten hat by him meispile, dat er it orizjineel net ûnder eagen krige en de calques as in soarte fan bewiis fan echtheid seach.

It geheim achter dy rige mei nammen leit tusken de figueren Jan Frederik Jansen en Eelco Verwijs yn. It wie oant no ta noch net bekend dat dy twa yn 'e maitiid fan 1867 slim rûzje hân ha, dy't ek yn 'e kranke útfochten waard.<sup>24</sup>

<sup>23</sup> Dizze calques binne makke fan sa'n 40 fan de 190 siden.

<sup>24</sup> Sjoch Jensa, *De gemaskerde god*, haadstik 16.

No is it fan Eelco Verwijs eins net oan te nimmen dat – poerbêst taalgelearde en roppich editeur as er wie – krekt dy him nota bene twa jier lang op 'e flakte hâlde soe oer in manuskript, dat by echtheid de fynst fan 'e ieu west ha soe. Dat, en in mannichte ynkonsistinsjes yn syn hâlden en dragen en útlittingen yn dy earste twa jier nei it opdûken fan it hânskrift, litte sjen dat ek er op 'e hichte west hat en behelle by de saak.

Hy is dan ek de betinker fan it senario foar de yntroduksje fan it Oera Linda-boek. Ut op wraak op Jansen dy't him yn 'e krante foar joker set hie, soarge er derfoar dat it hânskrift fia Siderius, de maat fan Over de Linden (nei alle gedachten wie ek dy net op 'e hichte fan syn kreative rol), by Jansen telâne kaam. De ferwachting wie dat dy it op syn bar yn syn *Friesche Courant* buorkundich meitsje soe, wêrnei't automatysk wol in autorisator him oppenearje soe. Dat pakte hiel oars út. De opset mislearre folslein en gong dwersferkeard. Jansen stapte ûnnoazelemôch mei it hânskrift wer nei Verwijs sels. Dat wie miskien logysk tocht út it hânskrift wei – Verwijs wie as argivaris- bibliotekaris fan Fryslân ommers in troch de oerheid oanstelde autoriteit –, mar wer net foar de hân lizzend op grûn fan de rúzje dy't beide hearren hiene. Ut syn hâlden en dragen kinne wy opmeitsje dat Verwijs doe even tocht ha moat dat de saak ferlern wie. Hy hat him ek in pear moanne kalm holden, mar him úteinlik betocht en in oar, folle tûker senario útstippele.

Yn it skema stiet dus mei oare wurden net ien, mar steane twa senario's ôfbylde. De sintrale rol is dêrby weilein foar Eelco Verwijs, dy't himsels – op grûn fan syn profesje as argivaris – nei dit earste esjek nei foaren ta skode sabearre as autorisator: as argivaris woe er sabearre net útslute dat it hânskrift echt wie, dus wie wat it sei. Yn werklikheid hie Verwijs lykwols de rol fan yntermediêr, dy't de rezjy yn hannen hie, dy't it hânskrift fierder de wrâld ynhelpe soe en dy't no wachte op ien dy't it ûndersyk oermimme soe.

It hat wikkerdewik west of de grap wie mislearre, salang hat it duorre oant úteinlik yn 'e persoan fan Ottema dy man opdûkte. Krekt troch dy lange perioade in troch de ûnnoazelens fan Ottema dy't himsels ta de tekst 'bekearde' hat Verwijs syn hân oerspille. Syn posysje wie, dat er it hânskrift graach útjaan woe (dat fertelde er Over de Linden) mar dat er it net oan tiid hie. Om faasje te meitsjen misbrúkte er ek syn funksje as argivaris fan Fryslân. Earder al hie er syn Genoatskipskunde hieltyd mar wer op 'e hichte steld fan de bysûndere fynst fan de hânskriften út Den Helder, mar sûnder resultaat en dus die er yn in rapport oan Deputearre Steaten it útstel om it hânskrift mar foar de provinsje oan te keapjen. Dêrtroch sit by Verwijs dus it momint dêr't ik it earder yn myn ferhaal al oer hân ha en dat ek by Hofmann oanwiisd wurde koe, it momint wêrop de imisjele yntinsje feroare en it boartlik elemint yn earnest ferkearde. Miskien hat er net wollen, mar by Verwijs is de boartlike mystifikator ta falsifikator útgroeid en doe't, op 'e nij

tsjin 'e ferwachting yn, de simpele Ottema yn 1870 it hânskrikt foar echt ferklearre, doe wie der op dy rolwiksealing gjin ferwin mear. Verwijs besocht doe Ottema fan 'e ûnechtsens te oertsjûgjen, mar sûnder resultaat: dêrfoar hie er earder syn wurk te goed dien.

It Oera Linda-boek-ferhaal lit sa sjen dat it net sasear in subtile, trochtochte plening is dy't foar sukses soarget, mar dat it tafal slim meispylje kin. Trochdat de tekst in autorisator fine moat dy't per definyasje neat mei de tekst fan dwaan ha mei, kin men dy syn ynterpretaasje ek net stjoere.

Dat de saak net neffens it betochte senario rûn is en dat de resepsje net strookt mei de yntinsje, bewiist ek de tekst fan it Oera Linda-boek sels. It kin noait de bedoeling west ha dat Ottema en yn dy syn fuotleasten de Dútse nazy-oanhingers yn it Ynterbellum en de tsjintwurdige New Agers út benammen it Angelsaksyske taalgebiet de tekst foar echt fersleten. De ynset fan 'e tekst wie nammentlik it begryp autentisiteit sels. Op alle fronten wiene tekst en hânskrikt dêrop ynrjochte om in yllúzje fan autentisiteit op te roppen dy't by neier ynsjen troch de lêzer sels wjerlein wurde moast. Yn it hânskrikt mei syn papier dat fan bûten brún opkleure wie, mar fan binnen wyl, yn it skrift dat op runen like, mar by neier ynsjen besitte út romeinske letters, yn 'e selsbetochte taal dy't op Aldfrysk like, mar dy't by neier ynsjen in ferâldfryske foarm fan it Nederlânsk wie, yn 'e fantastyke kronyk fan it Fryske folk; dy't by neier ynsjen folslein kolderyk blik te wêzen. Uteinlik soe de lêzer dan útkomme by de allegoaryske taspilingen op de aktualiteit yn 'e tekst, dy't ommers lêze wurde moat as in allegory op 'e rjochtingestridd út 'e jierren fyftich en sechtich fan de njoggentjinde ieu.<sup>25</sup>

As jo sa tekst en manuskript laach foar laach ôfstrûpe dan wurdt ek wol de nocht fielber dêr't it boek mei ymnoar set is en dan is ek it proses fan repersonalisaasje wol nei te kommen wêrmei't de njoggentjinde-ienske auteurs harsels feroaren yn de fiere foarfaars fan Cornelis oer de Linden, yn leden fan it âldste adellike laach fan Europa de Oera Linda's. It yllusoir-autentike karakter fan de tekst lit sjen dat sy ree wiene om ûntmaskere te wurden en om it debat oan te gean oer de moraal fan 'e tiid, oer de Fryske âldheid en oer de religieuze tsjinstellingen fan 'e tiid.

Trochdat Ottema de mystifikaasje lies as falsifikaasje en tsjin alles yn folhold dat it boek echt wie – en as autorisator hie er fânsels dat rjocht – rûn it oars. De auteurs soene no net as boartlike mystifikaatoaren mar as falsifika-toaren ûntmaskere wurde en nei alle gedachten út cangst foar skea oan namme en kariêre ha se besletten harsels mar net bekend te meitsjen.

De les kin hjir dus wêze dat der gjin resept bestiet foar de ideale mystifikaasje, of it moast al wêze dat de ideale mystifikator op it tafal betrouwe moat en dat sil ek wol de achtergrûn wêze fan wat Cornelis oer de

Linden der sels letter fan sei: '...als God er zooveel eeuwen over gewaakt heeft, en het nu aan het licht heeft gebragt, dan zal Hij ook wel weten waarvoor het dienen moet.'<sup>26</sup>

---

<sup>26</sup> TPB, OLB C8, p. 20.

## Literatuur

- Bernlet J., *De maker*. Amsterdam 1972.
- Boeles, P.C.J.A., 'Johan Winkler's nagelaten geschrift over het Oera-Linda-Bok', yn: *De Vrije Fries* 25 (1917).
- Colmjon, Gerben, ed., *That tusendigste jår. Oudsaksische kroniek, met Inleiding, Aantekeningen en Bibliographie*. 's-Gravenhage 1957.
- Gaskill, Howard, *Ossian revisited*. Edinburgh 1991.
- Gratton, Anthony, *Forgers and critics. Creativity and duplicity in Western scholarship*. New Jersey 1990.
- Grootaers, Jan, *Maskerade der muze. Vervalsing, namaak en letterdiefstal in eigen en vreemde letterkunde*. Amsterdam 1954.
- Jensma, Goffe, 'Lees, leer en waak. Het Oera Linda Bok. Een rondleiding', yn: *DVF* 72 (1992), ss. 8-52.
- Jong, M. de, *Het geheim van het Oera Linda-boek*. Bolsward 1927.
- Lynch, Jack, 'Authorizing Ossian (Lézing MWASECS, Minneapolis, 5 October 1995)', <http://newark.rutgers.edu/~jlynch/Papers/ossian.html>.
- Pooritinga, Y., 'Pûden fol heale wiisheit. Oera Linda-kunde út de twadde hân', yn: *De Tsjerne* 11 (1956), ss. 95-102.
- Salt Lake City Messenger, Issue 89.  
op <http://www.utlm.org/newsletters/no89.htm>.
- Rosenblum, Joseph, *Practice to deceive. The amazing stories of literary forgers's most notorious practitioners*. New Castle, Delaware 2000.
- Ruthven, K.K., *Faking Literature*. Cambridge 2002.
- Sillhøe, Linda en Allen Roberts, *Salamander. The Story of the mormon murderers*. Salt Lake City 1999<sup>2</sup>.
- Tanner, Jerald, *Tracking the white salamander*.  
<http://www.utlm.org/onlinebooks/trackingcontents.htm>. Utah Lighthouse Ministry, 1987/1988.
- Veld, N.K.C.A. in 't, 'De dagboeken van Hitler', yn: Dittrich, Z.R., B. Narden en H. Renner (red.), *Knoeien met het verleden*. Utrecht-Antwerpen 1984.
- Vinkers, J. Beckering. *Wie heeft het Oera Linda-Boek geschreven?* Kampen 1876.
- Wiwjorra, Ingo, *Herman Wirth. Leben und Werk*. Berlin 1988 (ongepubliceerd scriptie Freie Universität Berlin).
- Wirth, Herman, *Die Ura Linda Chronik. Übersetzt und mit einer einführenden geschichtlichen Untersuchung herausgegeben*. Leipzig z.j (1933).
- Worrall, Simon, *The Poet and the murderer. A true story of verse, violence and the art of forgery*. Londen 1988.





# 'Voor de goede zaak' Archeologische vervalsingen in Noord-Nederland

*Leo Verhart (Rijksmuseum van Oudheden, Leiden)*

## 1 Inleiding

Vervalsingen spreken tot de verbeelding. Ze hechten zich op het netvlies, zitten vastgeroest in ons geheugen en altijd komen ze weer terug. Je kan als archeoloog zoveel graven als je wilt, publiceren over de mooiste vondsten in boeken, tijdschriften en kranten of op radio en televisie iets vertellen over nog spannender ontdekkingen, de bekendste archeoloog is nog altijd Tjerk Vermaning. Hij, de eenvoudige grasmaaimachineslijper, met zijn prachtige verhalen, zijn media-uitstraling en natuurlijk zijn spectaculaire vondsten, herinnert iedereen zich. Vooral toen hij in 1975 beschuldigd werd een vervalser te zijn, maar daarover later meer.

In deze bijdrage gaat het over archeologische vervalsingen, maar zal de nadruk vooral liggen op de maatschappelijke, politieke en wetenschappelijke oorzaken en gevolgen. Er zal minder aandacht zijn voor het anekdotische en de mogelijke andere oorzaken die bij een vervalsing in het spel zijn, zoals natuurlijk geldelijk gewin. Toch zal dat anekdotische niet vergeeten worden, want eerlijk is eerlijk, het maakt een vervalsingszaak vaak zo leuk.

## 2 Waarom eigenlijk aandacht voor vervalsingen?


Vervalsingen zijn om meer redenen interessant. Natuurlijk omdat ze met een bepaalde bedoeling zijn gefabriceerd, maar er zijn nog twee andere redenen. De eerste reden is misschien wat banaal en heeft te maken met het verhaal rond de vervalsing, de personen die een rol spelen en hoe alles in zijn werk ging. We kunnen dat rangschikken onder het begrip *human interest*. De tweede reden heeft met wetenschap te maken. De vervalsers – het zijn tot op heden alleen mannen die archeologische vondsten hebben vervalst – maakt dingen die passen in een wetenschappelijke discussie van dat specifieke moment of probeert de wetenschap voor te blijven die hem op het spoor is of zou kunnen ontmaskeren. De vervalsing is in wezen een spiegel van de wetenschappelijke kennis van het moment van vervalsen. Vervalsingen zeggen dus iets over de stand van wetenschap op dat moment.

De meest doortrapte vervalsingen zijn die waar de belangrijkste wetenschappers intuïnen.

Zo woedt er de laatste jaren een enorme strijd over de echtheid van een Griekse kousros, een stenen beeld van een man, dat zou zijn gevonden in Griekenland. Helaas was de exacte vindplaats niet bekend en de verdere herkomstgeschiedenis van het beeld was ook obscuur, maar toch met veel overtuigingskracht en gevoel voor PR presenteerde het Getty Museum de vondst als een van hun meest prestigieuze stukken die ze de laatste jaren hebben kunnen verwerven. Al snel was er twijfel over de echtheid.<sup>1</sup> Na een heftige polemiek in tijdschriften en een heus congres, presenteert het Getty Museum de kousros op haar website als een beeld met een ouderdom van 530 voor Christus, of... als een moderne vervalsing.

De op 1454 datearre oarkonde oer de ferheffing fan Ulrik Cirkseña ta greve is, oars as it Karelsprivileezje, dúdlik gjin 'fêststellende' fersalsking, dy't opmakke is om't in 'echte' oarkonde net bestie. It is in 'Teilfälschung', dy't mei gjin oar doel opsteld wêze sil om der polityk foardiel mei te beheljen. Stiefken hat oannimlik makke dat it stik opmakke is yn 1521, doe't it troch de doetiidske greve Edzard oan keizer Karel V ta befêstiging foarlein waard. It waard by dy gelegenheid presintearre yn de foarm fan in konfirmaasje fan it stik troch Rooms-kening Maximiliaan, Karel syn foargonger, mei as datum: 5 april 1495.<sup>35</sup> Dat op 1495 datearre stik, dêr't de tekst fan 1454 yntegraal yn opnommen is, is dus de eigentlike fersalsking.

In oar polityk wichtich stik dêr't wat mis mei is, is de sanceamde Hartwerter oarkonde oer It Amelân, in Aldfrysk stik út 1405,<sup>36</sup> dat wol as it 'handvest van Ameland's onafhankelijkheid' oantsjut is. It giet yn dit gefal om in oarkonde dy't úrfurdige is te Hartwert troch it kolleezje fan rjocht en rie fan Eastergoa en Westergoa. Opfallend is dat ek fan dit stik in befêstiging troch Rooms-kening Maximiliaan besitiet, mar dan yn Latynske oersetting, en wol fan 5 novimber 1494. Oars as yn it Eastfryske gefal is dizze konfirmaasjebrief wòl echt, want hy blykt ek yn de Ryksregisters fêstlein te wêzen. Dat it stik dochs net doocht, kaam ik yndertiid op it spoar by in ûndersyk nei it kolleezje fan rjocht en rie fan Eastergoa en Westergoa. Dat blik nammentlik pas om 1425 hinne ynsteld te wêzen en bestie dus yn 1405 noch net. Ik ha yn myn publikaasje oer de Hartwerter oarkonde út 1983 al oanjûn dat dat stik net in folslein fiktyf *falsum* hoecht te wêzen, mar dat it, lykas by de Eastfryske lienbrief fan 1454, wol ris om in antedatearre oarkonde gean kinne soe. Nei myn betinken is mei de datum mooglik fjirtich jier of noch krekt mear skood. Ik bin yndertiid ek op 'e politike eftergrûn fan de fersalsking yngien, mar dy lit ik hjirre gewurde. Fan belang om te neamen is noch wol dat de befêstiging fan it stik troch Maximiliaan plakfûn hat op fersyk fan Peter Kamminga, hear fan It Amelân, dy't de fanselsprekkend ek antedatearre Latynske oersetting presintearre hat. As mooglike fersalsker tink ik oan de nau mei Peter Kamminga ferbûne Ljouwerter stedsksriuwer *maester* Hemma Odda zin. Net ûnbelangryk is fansels ek de oerlevering fan de Aldfryske tekst fan de Hartwerter oarkonde. Dy blykt inkeld mar bewarre te wêzen yn printe foarm en wol yn in druk út 1746. Dêr wurdt noch by opjûn dat it orizjineel yn de sanijnde ieu noch berêst ha soe by de doetiidske hear fan It Amelân, dy't ree wie om it 'altoos te vertoonen'. Neffens my is dat klearearre grutspraak.

Fertocht binne ek twa oarkonden foar de stêd Drylts: de ferliening fan in wyk- en jiermerk troch in fierders ûnbekende paltsgreve út 1379 en de ferliening fan deselde rjochten as de stêd Snits al hie troch de 'memmegrietenj'

<sup>35</sup> Druk: OUB II, nr. 1433.

<sup>36</sup> Druk: OFO II 8. Sjoch oer dit gefal: Vries, 'De datearring'.



fan Drylts, Wymbritseradiel, út 1424.<sup>37</sup> It earste (Latynsktalige) stik is troch Van Buijtenen as *falsum* bestimpele.<sup>38</sup> Syn arguminten binne neffens myn oertsjugend: yn de list fan tsjûgen site yn alle gefallen twa fingearre nammen en it stik fertoeant boppedat in ynholdlike anomaly. Oer de echters fan it twadde (Frysktalige) stik ha ik sels myn twifel al ris útsprutsen.<sup>39</sup> De tekst is allinnich oerlevere yn in druk út 1664, dêr't yn meidield wurdt dat dit privee leezje yn 1477 troch it kolleezje fan rjocht en rie fan Westergoa 'wederom' befestige is. Myn wantrouwen tsjin it stik is ynjin troch de anagronistyske formulearing fan de saneamde archlistformule dêryn. In ynholdlik ûndersyk fan de tekst hat noch net plaktûn, dat wy kinne op dit stuit net mei folsleine wissicheid sizze dat ek dit in *falsum* is.

Yn in stelling by syn proefskrift typearret Mol de fundasjebrievven fan twa noch besteande 'ienen' (yn de tiid fôar de Reformaasje ynstelde geastlike stiftingen, dy't no as stúdzjefûnsen fungearje), it Heere Godfrieds- of Sint-Janslien te Frijentsjer en it Sint-Annalien te Hidard, as 'onbeholpen falsâ'.<sup>40</sup> Yn it gefal fan it earste stik is de fersalsking evidint: it soe út 1204 datearje, yn it gefal fan it Oera Linda Bok hast net iens misstean soe.<sup>41</sup> De stiftingsskrif frysk dat yn it Oera Linda Bok hast net iens misstean soe.<sup>41</sup> De stiftingsskrif fan it Hidarder lien, dy't – oars as it foargeande stik – as orizjineel presintearre wurdt, is yn it Nederlânsk steld en datearre op 1479.<sup>42</sup> Dit stik wachtet noch op in yngeand ûndersyk, mar myn yndruk is dat Mol gelyk hat.

In hiel nijsgjirrige fersalsking is in Aldfryske oarkonde út 1529.<sup>43</sup> Yn dit gefal is sels de makker bekend: Schelle Obbe zoen te Makkum. Mei dit *falsum* hat dy persoan besocht om de ferkeap fan seis pûnsmiet lân te Kimswert, dêr't er blykber spyt fan krige hie, ûngeadien te meitsjen. It stik docht him foar as in saneamde 'restitúsjebrief', dêr't de keaper, Symen Hendrick zoen te Harns, yn ferklearret dat er it neamde lân oan de ferkeaper, Schelle Obbe zoen dus, weromjout (de keaper sil it allinnich noch fjouwer jier yn 'e hier hâlde). Fan dizze oarkonde binne yn Symen Hendrick zoen syn argyf twa autentisearre ôfskriften bewarre bleaun; op ien dêrfan hat

Symen sels oantekene dat Schelle de restitúsjebrief *comterfeyt* hat. Fierders kinne noch twa yn it Aldfrysk stelde *falsa* neamd wurde, dy't beide opsteld binne mei it doel de famylje-care op te fêzeljen. It earste docht him foar as in *baer* (útspraak fan arbiters) út 1424.<sup>44</sup> Dêrneffens soenen trije leden fan it slachte Albada oan trije geastliken as arbiters in tal oarkonden

<sup>37</sup> Druk: GPCB I, ss. 241-242; OFO II 11.

<sup>38</sup> Van Buijtenen, *Friesland's middeleeuwse marktrechten*, ss. 66-68.

<sup>39</sup> Vries, 'Al ting sonder falikant', ss. 162-163.

<sup>40</sup> Mol, *De Friese huizen*, stelling 4.

<sup>41</sup> Regest: Colmjon, *Register*, nr. 45. It stik is net yn druk ferskynd.

<sup>42</sup> Druk: Roarda, 'Ear oer de skiednis', ss. 103-104.

<sup>43</sup> Druk: OFO II 340.

<sup>44</sup> Druk: OFO I 40 (mei it neiskrift: Maakwerk van ± 1600?)).

toand ha, dêr't twa neier fan spesifisearre wurde: ien fan greve Diderik II fan Hollân út it jier 832 en ien fan de – net mei namme neamde – kening fan Frankryk út 1413. Oan de foarâlden fan dizze Albada's soe dêryn tastien wêze om de folgjende wapens te fieren: in reade liuw yn in gouden fjild, in wite leelje yn in blau fjild (om't hear Riuerdt Albada, ridder, yn in toernoai de 'jonge hartoch fan Beieren' oerwûn ha soe) en in wite roas yn in bloedread fjild (ta oantinken oan it feit dat de Albada's út it hûs fan de greven fan Hollân stamje soenen). Dat dit in evidint *falsum* is, docht allinnich al bliken út it folslein ûnmooglike tiidstip fan útfurdiging fan it earstneamde stik (Diderik II syn amtsperioade falt yn de lette tsiende ieu). Fierders steane der wurden yn dy't wy út it Aldfrysk net kenne, lykas *betonnoeth* foar 'be-toand' (?) en *betrachtoeth* foar 'besegele'. Bekend is dat dizze fersalsking út de pinne floeid is fan Pybe van Albada (1580-1642),<sup>45</sup> dy't it foar syn famylje allegearre wol hiel moai foarstelle wold hat.

It oare stik komt út de koker fan de Van Sytzama's, fan oarsprong in famylje fan eimierden út Arum, dy't begjin njoggentjinde ieu adele wurde soe. In lid fan dat slachte hat yn 1724 in 'documentiboek' gearstald mei ôfskriften fan likernôch 150 stikken oangeande de Sytzama's. It âldste dêrfan is in keapbrief út 1452.<sup>46</sup> De betsjutting fan dy oarkonde is dat dêr in famyljereleasje mei bewiisd wurde kin tusken de Arumer Sytzama's en de haadling Jelmer Ottes Sydtsma fan Warns, dy't fierders allinnich mar bekend is út de sechstjinde-ieuske kronyk fan Worp fan Thabor. Earst yn 1998, goed tweintich jier nei't ik it stik sels újûn hie, is yn in gearkomste fan de Oarkonderûnte fan de Fryske Akademy troch Brouwers en Noomen oantoand dat it in *falsum* wêze moat.<sup>47</sup> Ien fan de anomalyen yn it stik is dat it besegele wêze soe op *greta Sytzama staeten* te Arum, wylst oars yn in simpele keapbrief by de segeloankundiging nea ferwiisd wurdt nei de 'state' of in oar hûs dêr't de segeler syn wenstee hie.

Hjir kin ek noch wiisd wurde op inkelde *falsa* út it fermidden fan foaroansteande Ommelanner jonkersfamyljes. Sa binne twa Latynske oarkondeksten oerlevere, datearre op 1237 en 1246, dêr't de biskop fan Munster it kol-laasjerjocht (it rjocht om de pastoar foar beneaming foar te dragen) fan alve parochysjerken yn it dekanaat Farnsum (Fivelgoa) yn skinkt oan de Ripperda's.<sup>48</sup> De ûnechten dêrfan is yn 1883 oantoand troch Wybrands.<sup>49</sup> Noomen tinkt dat de Ripperda's it twadde stik (en foar it earste sil itselde jilde) mids fyftjinde ieu meitsje litten ha om de rjochten dy't se doe feitlik út-

<sup>45</sup> Noomen en Walsweer, 'De genealogie', s. 162.

<sup>46</sup> Druk: OFO IV 13.

<sup>47</sup> Brouwers, 'Sytzama', s. 113 (sjoch ek s. 89).

<sup>48</sup> Druk: OGD II. Onechte stukken 3 en 4.

<sup>49</sup> Wybrands, *De abdij Bloemhof*, ss. 204-210. Ek Von Richthofen, *Untersuchungen*, II, ss. 876-877, beskôge beide oarkonden al as ûnecht.

oefenen of atleast pretendearren, fêst te lizzen.<sup>50</sup> Wat soartgelikens kin sein wurde fan in oarkonde, datearre op it jier 1308, der'ti de kommandeur fan it Johannerkleaster Wijlwerd it rjocht yn erkent fan jonker Ewe van Ewsum om de kommandeur fan it kleaster te kiezen.<sup>51</sup> Yn dit gefal is wol aardich krekt bekend wêrom'ti de famylje belang hie by it opstellen fan dit stik: de balije der'ti it Wijlwerder kleaster ûnder ressortearre, hie kapsje makke op it oanstellen fan in nije kommandeur troch Johan van Ewsum yn 1556.<sup>52</sup> Yn dit stik tilt it op fan de ûnwierskynlikheden, wylst ek de taal (net Latyn, mar in sechstjinde-iensk oandwaand Leechdúsk) tsjin de echthens pleiet.

## 5 Konklúzje

Oflútend kin sein wurde dat, lykas te ferwachtsjen, ek Fryslân net frij west hat fan oarkondeferfalskingen. Ien dêrfan, it Karelsprivileezje, soe ik sels rekkenje wolle ta de 'subtop' fan de midsteuske *falsa*. Net allinnich dit ûnrechte frijheidsprivileezje, mar ek alle oare hjir besprutsen stikken passe kreas yn it stramyn fan de midsteuske en ek nei-midsteuske ferfalskingen: fan *pia fraus* oant gljpsk bedroch, fan it beheljen fan polityk foardiel oant it opkreazjen fan genealogyen. Opfallend is allinnich it missen fan iere ferfalskingen en fan ferfalskingen yn it foardiel fan kleasters, dy't trouwens yn 'e regel mei-inoar gearfalle. Likegoed kinne wy sizze dat Fryslân op it stik fan oarkondeferfalskingen perfoarst net út 'e stap rint.

<sup>50</sup> Noomen, 'Middelleeuwse bezitsverhoudingen', s. 65 (mei tank foar de ferwizing oan drs. R.H. Alma). Sjoch ek: Noomen, 'Sufridus Petrus', s. 167.

<sup>51</sup> Druk: OGD II. Oprechte stikken 6 (it der opjûne jiertal 1353 moat as 1308 lêzen wurde, sjoch folgjende noat). Sjoch ek Wyrands, *De abdiij Bloenhof*, s. 208.

<sup>52</sup> Hartgerink-Koomans, *Het geslacht Ewsum*, s. 43.

## Bibliografy

### Boarnen

### GPCB (1768)

*Groot Placaat en Charter-boek van Vriesland*, dl. I. Ed. G.F. Baron thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg. Leeuwarden. Hoekstra, J. (1950)

*De Eerste en de Tweede Hunsinger Codex* (Oudfriesche Taal- en Rechtsbronnen 6). 's-Gravenhage. OFO (1927-1977)

*Oudfries(che) Oorkonden* (4 dln.). Ed. P. Sipma (I-III) en O. Vries (IV). 's-Gravenhage. OGD (1895-1899)

*Oorkondenboek van Groningen en Drenif(h)e* (2 dln.). Ed. P.J. Blok e.o. Groningen.

### OUB (1878-1881)

*Ostfriesisches Urkundenbuch* (2 Bde.). Ed. E. Friedländer. Emden (reprint: Wiesbaden 1968).

### Pax Groningana (1975)

*Pax Groningana. 204 oarkonden oer de forhâlding Grins-Fryslân yn de fyfjinde ieu* (Estrikken 49). Ed. M.G. Oosterhout e.o. Grins/Groningen. Die Urkunden der Karolinger (1906)

*Die Urkunden der Karolinger. Bd. I: Die Urkunden Pippins, Karlmanns und Karls des Grossen* (Monumenta Germaniae Historica, Diplomata Karolorum, tom. I). Ed. E. Mühlbacher. Hannover. Worp IV (1850)

Worp Tyaerda van Rinsumageest, *Vierde boek der kronijken van Friesland*. Leeuwarden.

### Literatuer

### Algra, N.E. (1998)

'The Relation between Frisia and the Empire from 800-1500 in the Light of the Eighth of the *Seventeen Statutes*', yn: R.H. Bremmer Jr, T.S.B. Johnston en O. Vries (eds), *Approaches to Old Frisian Philology* (Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik 49/Estrikken 72), Amsterdam-Atlanta/GA-Groningen, ss. 1-76. Baks, P. e.o. (1998)

*Inventaris van stukken betreffende het bestuur van de Saksische hertogen over Friesland (1488) 1498-1515 (1520) en hun bemoeienis met Groningen* (Monumenta Frisica 59). Ljouwert.

- Bippen, W. von (1880)  
 Besprek fan E. Friedländer (ed.), *Ostfriesisches Urkundenbuch*, Bd. 1 (Emden 1878), *Historische Zeitschrift* 44, ss. 299-306.
- Bippen, W. von (1884)  
 'Die Erhebung Ostfriesland's zur Reichsgrafschaft', *Hansische Geschichtsblätter* 1883, Leipzig, ss. 43-85.
- Brandt, A. von (1958)  
*Werkzeug des Historikers. Eine Einführung in die historischen Hilfswissenschaften* (4. erweiterte Auflage). Stuttgart-Berlin-Köln-Mainz.
- Brouwers, Y. (2000)  
 'Syzama', *De Nederlandsche Leeuw* 117, ss. 89-113.
- Brühl, C. (1979)  
 'Der ehnbare Fälscher. Zu den Fälschungen des Klosters S. Pietro in Ciel d'Oro zu Pavia', *Deutsches Archiv für Erforschung des Mittelalters* 35, ss. 209-218.
- Brühl, C. (1988)  
 'Die Entwicklung der diplomatischen Methode im Zusammenhang mit dem Erkennen von Fälschungen', yn: *Fälschungen im Mittelalter*, Bd. III, ss. 11-28.
- Buijtenen, M.P. van (1965)  
*Friesland's middeleeuwse marktrechten*. Leeuwarden.
- Colmjon, G. (1884)  
*Register van oorkonden, die in het Charterboek van Friesland ontbreken, tot het jaar 1400*. Leeuwarden.
- Deeters, W. (1993)  
 'Zur Erhebung des Häuptlings Ulrich Cirksena in Ostfriesland zum Reichsgrafen 1464', yn: *Geschichte in der Region. Zum 65. Geburtstag von Heinrich Schmidt*, Hannover, ss. 127-136.
- Fälschungen im Mittelalter. *Internationaler Kongreß der Monumenta Germaniae Historica*, München, 16.-19. September 1986 (5 Bde.) (1988). Hannover.
- Folz, R. (1950)  
*Le Souvenir et la Légende de Charlemagne dans l'Empire germanique médiéval*. Paris.
- Grotelend, H. (1960)  
*Taschenbuch der Zeitrechnung des deutschen Mittelalters und der Neuzeit* (10. Auflage). Hannover.
- Gurjewitsch, A.J. (1978)  
*Das Weltbild des mittelalterlichen Menschen*. Dresden.
- Hägermann, D. (1977)  
*Studien zum Urkundenwesen Wilhelms von Holland. Ein Beitrag zur Geschichte der deutschen Königsurkunde im 13. Jahrhundert*. Köln-Wien.

Hägermann, D. (1988)

'Die Urkundenfälschungen auf Karl den Großen. Eine Übersicht', yn: *Fälschungen im Mittelalter*, Bd. III, ss. 433-443.  
Härtel, R. (1988)

'Fälschungen im Mittelalter: geglaubt, verworfen, vertuscht', yn: *Fälschungen im Mittelalter*, Bd. III, ss. 29-52.  
Hartgerink-Koomans, M. (1938)

*Het geslacht Ewsum. Geschiedenis van een jonkersfamilie uit de Omme-landen in de 15e en 16e eeuw.* Groningen-Batavia.  
HRG (1964-1998)

*Handwörterbuch zur deutschen Rechtsgeschichte* (5 Bde.). Berlin.  
Janse, A. (1991)

'De waarheid van een falsum. Op zoek naar de politieke context van het Karelsprivilege', *De Vrije Fries* 71, ss. 7-28.  
LdM (1980-1998)

*Lexikon des Mittelalters* (9 Bde.). München-Zürich.  
Mol, J.A. (1991)

*De Friese huizen van de Duitse Orde. Nes, Steenkerk en Schoten en hun plaats in het middeleeuwse Friese kloosterlandschap.* Ljouwert.  
Mol, J.A. en K. van Vliet (1998)

'De oudste oorkonden van het Sint-Odulfus-klooster van Stavoren', *Jaarboek voor Middeleeuwse Geschiedenis* 1, ss. 73-134.  
Noomen, P.N. (1994)

'Suffridus Petrus en de Friese identiteit', *It Beaken* 56, ss. 146-187.  
Noomen, P.N. (1996)

'Middeleeuwse bezitsverhoudingen in noordoost-Fivelingo', yn: E. de Boer, L.E. Bos en O. Mulder-Steenbrink (red.), *Het Bierumer boerderijenboek. Een bijdrage tot de geschiedenis van noordoost-Fivelingo*, Scheemda, ss. 59-82.

Noomen, P. en H. Walsweer (1997)

'De genealogie van de Friese Adel volgens Upcke van Burmania (Albada)', yn: *Genealogysk Jierboek 1997*, Ljouwert, ss. 161-200.  
Oppermann, O. (1920)

*Untersuchungen zur nordniederländischen Geschichte des 10. bis 13. Jahrhunderts. Erster Teil: Die Egmonder Fälschungen.* Utrecht.

Richthofen, K. Freiherr von (1880-1886)

*Untersuchungen über Friesische Rechtsgeschichte*, 3 Bde. Berlin.  
Roorda, R.S. (1951)

'Eat oer de skiednis fan 't Sint Anna Lien to Hidaerd 1479', *It Beaken* 13, ss. 103-109.

- Siekken, F. (1919)  
*Die Fälschung des ostfriesischen Lehnbriefes von 1454*. Net-publicearre dissertaasje. Universiteit Leipzig.
- Van den vresen preuilegien hem van Karolo gegewen ende van den Paeuwes Gregorio gheconfirmiert* (c. 1537?). Kampen.
- Vries, O. (1983)  
'De datearring fan de saneande Hartwerter oarkonde oer It Amelân', *Us Wurk* 32, ss. 63-69.
- Vries, O. (1986)  
*Het Heilige Roomse Rijk en de Friese vrijheid*. Leeuwarden.
- Vries, O. (1997)  
'Al ting sonder falikant. Die Arglistformel in den altfriesischen Urkunden', *Us Wurk* 46, ss. 150-168.
- Wierichs, C. (1741)  
*Versuch einiger Anmerkungen über den Staat von Friesland, mittler Zeiten worin die besondern Meynungen in der Friesischen Historie, die Grenzen und Einheilungen der Frieslanden, und das Privilegium Caroli Magni, untersucht und erläutert werden*. Oldenburg.
- Wybrands, A.W. (1883)  
*De abdij Bloemhof te Witewierum in de dertiende eeuw*. Amsterdam (reprint: Groningen 1969).





**Aldfrysk**



# Aspekten fan it Freeska Landriucht - Oer de edysjeferdieling fan Galama

Anne Tjerk Popkema (Fryske Akademy)

## 1 Ynlieding

Op it stuit wurdt oan de Fryske Akademy yn Ljouwert in moderne diploma-lyske újefte tarret fan de Westerlauwersk âldfryske ynkunabel Druk, fanwegen de ynhâld ek wol bekend as it *Freeska Landriucht*. Dy újefte is ûnderdiel fan in projekt oan de Fryske Akademy om, as tarieding op it ein doel, in grut Aldfrysk Wurdboek, de Westerlauwersk âldfryske hânskriften dy't noch net újûn binne, te besoargien. In moderne újefte hat njonken Druk nammers ek de kodeksen Unia en Roorda noch net barre mocht. Dêrnjonken is de újefte fan kodeks Furmerius sa't dy der no lei! lang net optimaal, dat faaks sil dat hânskrift letter ek noch yn de rige opnaam wurde.

Hoewol't fan Druk noch net in wittenskiplike újefte bestiet,<sup>2</sup> ha in stikmannich wittenskippers har al wol mei de ynkunabel dwaande hâlden. De diskusje oer de fragen wêr't, troch wa en wannear't Druk no eins printe is en wa't de 'auctor intellectualis' is fan it *Freeska Landriucht*, is al mear as twahûndert jier âld.<sup>3</sup>

Galama hat yn in artikel út 1960<sup>4</sup> in bydrage leverre oan de diskusje oangeande it *Freeska Landriucht*. Hy giet yn syn artikel ûnder oare yn op de fraach hokker Druk-eksimplaar it âldste is. Galama komt dêrby ta in edysje-

<sup>1</sup> Gerbenzon e.a. 1963.

<sup>2</sup> Eardere újeften fan de tekst fan Druk binne ferskynd yn Schotanus 1664 (s. 36-106; folslein, mei Latynske kommentaren), Brantsma/Wierdsma 1782 (oant it Rudolfsoeboek, sûnder Latynske kommentaren), Von Richthofen 1840 (parten, sûnder Latynske kommentaren). Yn de jierren fyftich en sechstich hat Fokkema dwaande west mei in wittenskiplike diplomatyске újefte ornearre foar de rige Oudtfrese Taal- en Rechtsbronnen, mar troch syn dea yn 1967 is dat net slagge. Galama naam it kerwei oer, mar hat ek gjin dien wurk meitsje kind. Ek yn de desennia dêrnei is it noch ferskate kearen besocht, mar dat hat ek gjin moderne újefte opsmitten.

<sup>3</sup> Foar in resint, wiidweidich oersjoch fan dy diskusje, fgl. Schouten 2001. De wichtichste bydragen oan de diskusje binne (njonken brieven van Visser en Campbell, ferl. Schouten 2001, s. 190-191) Heltema 1837, Eekhoff 1856, Holtrop 1868, Kruiwagen 1948, Van Buijtenen 1949 en 1960, Hellinga 1966, Gerbenzon 1989, Faber 1995 (dy't oars yn syn literatuerhist. de ferkearde tiel opnimt foar it artikel fan Galama 1960; hy jout de tiel fan it artikel fan Van Buijtenen (dat der yn de bondel foar sitel), Van Thienen 1999.

<sup>4</sup> Galama 1960.

ferdieling fan de njoggen bekende Druk-eksimplaren,<sup>5</sup> dy't nei dy tiid, better net te witten, net wer kritysk hifke is.

Yn dit artikel wol ik sjen litte dat Galama syn metoade om ta in edysjefeardieling te kommen, net tarikkend en syn edysjefeardieling dêrtroch net be-trouber is. Ik wol dat dwaan troch, nei in koarte ynhâldlike en uterlike be-handeling fan de ynkunabel, en de ymplikaasjes dêrfan foar it drukproses (paragraaf 1), de metoade fan Galama tsjin it ljocht fan de opbou fan Druk te hâlden en te hifkjen oan eigen fynsten (paragraaf 2). De lêste paragraaf jout de konklúzjes.

## 2.1 Ynhâld en opbou fan Druk<sup>6</sup>

Ynkunabels, nammers dy boeken dy't drukt binne tusken likernôch 1456 (de útfining fan de boekdrukkunst), en 1501, ha wy mar ien fan yn it Frysk. Dat it om in drukt boek giet, is dan ek it grutste ferskil tusken Druk en de Aldfryske hânskriften, want ynhâldlik past Druk folslein binnen it Aldfryske korpus. Dêrom wurdt Druk fan âlds ta de hânskriften rekkene. As men de tekstuele gearstalling fan Druk en benammen dy fan de kodeksen Jus en Unia njonkeninoar leit, is de oerlaping dan ek tige grut.<sup>7</sup>

De teksten yn Druk binne hast allegearre juridysk fan karakter. Njonken pan-Fryske teksten (lykas de Kêsten en Lânrochten) stean der teksten yn dy't allinne slaan op Westerlauwersk Fryslân (bg. it Aldere en Jongere *Skeltariucht*, it Westerlauwersk Syndrjocht). Unike teksten, teksten dy't al-linne yn Druk foarkomme, binne de Prolooch en it Register, in hegingsfor-mulier dat foar it Westerlauwersk Syndrjocht ôfprinte is<sup>8</sup> en it Traktaat fan

<sup>5</sup> Sjoch foar de plakken dêr't de njoggen eksimplaren bewarre wurde en de oanbelangjende sinjatuieren Johnston 2001, s. 572 (dêrby de korreksje dat it Lon-denske eksimplaar al in jiermannich lyn ferhuze is fan it British Museum nei de British Library. It hat dêr al deselde sinjauer hâlden. Fierders is de namme fan it Ryksargyf Fryslân en fan de Provinsjale Biblioteek fan Fryslân yn 2003 feroare yn Tresoar).

<sup>6</sup> Yn it neikommende is besocht de terminology simpel te hâlden, mei de bedoeling om net-eksperts ek betsjinje te kinnen, mar dochs net alle termen útlizze te hoegen. In 'fel' is yn dit stik bedoeld as it stik papier dat beprinte is mei fjouwer siden oan beide kanten. Ien fel bestiet út acht siden. In fel wurdt ûnderferdielt yn 'rectokant' (de rjochter- of foarkant fan it fel) en 'versokant' (de linker- of achterkant).

<sup>7</sup> Ferl. Sjölin 1969, s. 12; Johnston 2001, s. 581.

<sup>8</sup> De Prolooch hat yn de net-publisearre list fan Hofmann net in sigle-krigen, wylst it al in aparte tekst is. Om't it Register troch Hofmann as tekst 'D I' oantsjut wurdt, de earste tekst fan Druk dus, sil Hofmann de Prolooch ûnder it Register beflappe wollen ha. Dat liket my lykwols net terjochte: it is in apart stik proaaza, op in oare side en ek oars fan karakter as it Register. Ik soe dêrom, yn it belang fan tekstidentifikaasje (ferl. Nijdam 2001, s. 43-45), dy tekst tenei Prolooch Druk neame wolle, ynearsten mei de ôfkoarting PrD.

de Sân Seelannen. De teksten hawwe gauris komponinten dy't te ferbinen binne oan de Fryske Frjheidsideology<sup>9</sup> en derfandinne is úthâlden dat Druk 'will have served well as a vehicle for the Frisian Freedom ideology'.<sup>10</sup> Dy ideologyske funksje is fansels wol te rymjen mei in praktyske funksje as juri-dysk hanboek.

Druk tel alve katernen. Yn seis fan de njoggen eksimplaren<sup>11</sup> is foar it earste katern in fel mei de Prolooch en it Register taheakke. Alle fellen ha saneamde sinjatureren, in kombinaasje fan in letter en in Romeinsk sifer *i, ii, iii* of *iiii* ûnderoan de side (ferl. figuer 3 op side 177). De letter joech it katern oan dêr't it fel by heart en it sifer it plak fan de oanbelangjende side binnen dat katern. Dy sinjaturer brûkte de drukker om de printe fellen en katernen op it goede plak te krijen. Sa koe er bygelyks sjen dat it fel mei sinjaturer *G i* it earste fel fan it sânde katern is. De earste njoggen katernen ha de letters *A-I*, de lêste beide *L* en *M*.

Dy sinjatureren is noch wat aparts mei: de sinjaturletters *J* en *K* ûntbrekke. Hoewol't dat foar de *J* net sa ûngewoan is (dy waard net brûkt as printletter), is it ûntbrekken fan de *K* al opfallend. Dat ûntbrekken soe tsjutte kinne op in Romaanske printtradysje,<sup>12</sup> mar it soe ek wat sizze kinne oer hoe't it manuskript by de printer ynlevere is. It feit dat dy sesuer yn de sinjaturletters presjiss oerrenkomt mei in sesuer yn de tekst, nammentlik de oer-gong fan it *Freeska Landriicht* nei it Rudolfisboek, soe faaks in oanwizing wêze kinne dat de 'Vorlage' fan Druk út twa manuskripten beste. Dy sesuer yn de tekst wurdt letterlik dadlik: de lêste regel fan katern *I* is (mei weilitten fan ynterpunksje): *Hyr eyndigheit dat landriicht der fresaena ende al hyr nei folged* (sic) *Keizer Rudolphus boeck*. Sa'n formulearing komt men oars allinne noch tsjin oan de ein fan de lêste katern *M*: *Hyr eyndigheid da*

---

Wat it hegingsformulier fan de syndjochter oanbelanget, Gerbenzon sinjalearet dy ek al as umke tekst (Gerbenzon 1963, s. 77 (noat 4)). Dat formulier wol ik ynearsten ôlkoarstje as FSR (Friedegebot des "syndjochter", soks yn oerienstimming mei Hofmann syn ôlkoarsting foar it hegingsformulier foar de *skelta* ('Friedegebot des "Skelta"': Fsk).

Op it stuit wurdt oan de Fryske Akademy wurke oan in wiidweidich nij sigteystem, dêr't alle Aldfryske teksten en bepalings (en ek dy oarspronklik Fryske teksten en bepalings dy't yn Nedersaksyske hânskriften oerlevere binne) in sigle yn krije kinne.


<sup>9</sup> Ferl. Johnston 1998.

<sup>10</sup> Johnston 2001, s. 572.

<sup>11</sup> Nei yn de eksimplaren Junius 109, Ms. néerlandais 45 en Schwartzenberg 3945a.

<sup>12</sup> Ferl. Haehler 1925, s. 52: 'In den Drucken die auf dem Boden romanischer Länder von romanischen Druckern hergestellt worden sind, wird nicht selten der Buchstabe K ausgelassen, während die deutschen Drucker und solche Ausländer, die aus deutscher Schule hervorgegangen sind, selbst in italienischen, französischen und spanischen Drucken, in denen für das K keine Verwendung ist, an der Beibehaltung des Buchstabens zur Lagenbezeichnung festgehalten haben'.





Figuer 2: de opbou fan in katern dat út twa fallen bestiet. Sa binne ek de katernen fan Druk opboud (yllustraasje út *Hermans/Huisman 1981, s. 25 bis*).

Druk hat alve katernen, telt dus  $11 \times 16 = 176$  siden, eksklusyf Prolooch en Register (yn totaal 4 siden dy't apart tafoege binne). Elke side hat tritich regels en de bledspegel is 144 by 90 millimeter. Alle siden ha tritich rigels (op de lêste side fan katern 1 nei, dy't 17 rigels hat).

Om dúdlik te meitsjen hoe't Druk opboud is, begjin ik mei oan te jaan hoe't de printproseduere wie. De printer krige in manuskript oanlevere fan de klant. De setter makke de letterbakken ree: yn it gefal fan Druk wiene dat fjouwer letterbakken yn ien grut ramt, want dizze ynkunabel soe op kwarto-formaat printe wurde en dat hâldt yn fjouwer siden oan beide kanten fan it fel. De seitsels yn de letterbakken waarden mei inkel ynsnard en dêr waard in fel oerhinne lein, dat sa beprinte waard. No hie de drukker dus ien fel mei dêr fjouwer siden op printe. Troch it fel om te kearen en de oare side ek sa te beprintsjen, en in twadde fel op deselde wize twaris te beprintsjen, hie de printer twa fallen mei yn totaal sechsfjin siden. De fallen waarden beide twa kear teard en dêrnei ynhoar lein (ferl. figuer 2) en sa ûnstitse ien katern fan sechsfjin siden. Sa waarden alle katernen printe. De klant koe de steapel katernen dêrnei yn in oar ateljer (dat wol oan de drukkerij ferbûn wêze koe) ynbine en/of dekorrearje litte.<sup>14</sup>

Yn ferbân mei de metoade fan Galama om de edysjeferdieling fan Druk fêst te stellen, moat noch in aspekt fan it printsjen omminken ha. Ear't in fel faker printe waard, gie in earste proefdruk nei de korrektor dy't dan nei-seach oft der printflatsers yn stiene. As dat sa wie, dan waarden dy ferbettere en waard in nije proefdruk makke. Dat proses werhelle him oant de korrektor tefreden wie en it fel faker achterinoar printe wurde koe. Op dy wize ûntstane dus ferskate farianten fan in fel mei ûnderling lytse ferskillen. Ut

<sup>14</sup> De inisjalen en dekorasjes yn de ferskate Druk-eksimplaren litte aardich oerienkomsten sjen kwa styl. Dy oerienkomsten suggerearje dat ferskate eksimplaren yn itselde ateljer opsnolke binne. Allinne it Londenske eksimplaar I A 48951 is net dekorrearre.

sunigens koe in fel mei flaters dochts yn in eksimplaar telâne komme. Troch de ferskillen bleat te lizzen en fêst te stellen hokker fel in ferkearde fariant hat, kin men dus fêststelle hokker fel nei alle gedachten âlder is: wat minder flaters, wat jonger de druk.

## 2.2 De metoade fan Galama

Dy konklúzje hat Galama ek lutsen en hy hat dêrom besocht om troch de flaters yn in part fan Druk te analysearjen, derachter te kommen hokker eksimplaar it âldste wie en hokker it jongste. Hy woe sa de edysjeferdieling fan Druk fêststelle. Dy metoade is op himsels neat mis mei, mar Galama makke de flater dat er dy edysjeferdieling fêststelle woe op basis fan ien side fan Druk. Hoewol't Galama himsels yndekt troch te sizzen dat syn ferdieling jildt foar 'alleast dit part fan de ynkunabel',<sup>15</sup> is dúdlik dat er syn edysjeferdieling dochts foar de hiele Druk jilde litte wol. Galama seit bygelyks, 'de princeps is it eks. March. 60 yn Oxford' en 'dit is dan de twadde farijaesje en dat binne fjouwer eksimplaren'.<sup>16</sup> Nearne lit er trochskine dat er dêrmei in fel of in katern bedoelt ynstee fan it hiele eksimplaar: de wurden 'fel' of 'katern' komme fierders dan ek nearme yn syn artikel foar en dochts binne dat fierhinne needsaaklike basisbegripen om dizze matearje knap mei beskriuwe te kinnen. Boppedat, as Galama it hat oer it dekorearjen fan it Uterter eksimplaar J oct 1112 seit er dat 'de soarch oan it Rudolfsboek en de folgjende lyse traktaatsjes (...) op in gruttere niget foar dizze dielen (wiist)'.<sup>17</sup> Galama realisearret him dúdlik net dat dat Rudolfsboek en dy lytsere 'traktaatsjes' presis oerienkomme mei katern *L* en *M*: de opsjolker hie gjin gruttere niget oan dy teksten, hy hie domwei dy beide katernen op syn tafel lizzen. Dat Galama dat net sinjalearret, jout neffens my dúdlikernôch oan dat er de ynkunabel as ien gehiel benadere ynstee fan as in samling fellen. Yn alle gefallen yn it gefal fan Druk moat sa'n ûndersyk nei de edysjeferdieling per fel, en sels per recto- of versokant fan sa'n fel, útfierd wurde.

Wat hat Galama krekt dien? Hy hat de flaters en ferbetterings fan de versokant fan de side mei sinjatuier *L i* analysearre: dat is de twadde side fan it Rudolfsboek.<sup>18</sup> Op basis fan syn analyze fan de flaters en ferbetterings komt er ta de folgjende edysjeferdieling, fan âld nei jong:

---

<sup>15</sup> Galama 1960, s. 126.

<sup>16</sup> *ibid.* (beide sitaten).

<sup>17</sup> *ibid.*, s. 131.

<sup>18</sup> It hoecht jin net te fernuverjen dat er krekt in side út it Rudolfsboek brûkt: op it stuit dat er it artikel skriuwt is in ploechje fristiden (dêrûnder ek Galama) ûnder lieding fan Gerbenzon dwaande mei de tarissings fan de Estrik *Rudolfsboekmateriael* (Gerbenzon e.a., 1961).



1. eks. Mareschalli 60;
2. eks. 1074A; eks. Schwartzenberg 3945a; eks. Ms. néerlandais 45; eks. I A 48951;
3. eks. A III 31; eks. 150 C 36; eks. J oct 1112; eks. Junius 109.

Om dy edysjeferdieling te hifkjen sil ik sels ek inkelde ferskillen koart be-  
hannefje, dy't beide te krijen ha mei eksimplaar I A 48951. Dat eksimplaar  
is neffens Galama syn ferdieling gelyk oan trije oare eksimplaren.

It earste ferskil hat te krijen mei de folchoarder fan de siden yn katern G.  
It docht bliken dat men de twadde en tredde side fan katern G yn de eksim-  
plaren 1074A, Schwartzenberg 3945a en Ms. néerlandais 45 yn eksimplaar I  
A 48951 op de fjirtjinde en fyftjinde side weromfyn. Yn I A 48951 steane  
op de twadde en tredde side de siden dy't yn de oare trije eksimplaren op de  
fjirtjinde en fyftjinde side stean: by it setten fan de letterpak hat de setter  
earst dus in flater makke en nei de korreksje de boel nochris úprinte.  
Fangefolgen is dat de sinjatur *G ii* yn I A 48951 ûnder in oare tekst

**aldus ick monke**                      **fync fonda befrine**  
**gil**

kommen is te stean as yn de oare trije eksimplaren (vgl. figuer 3):

**fync fonda befrine**                      **aldus ick monic**  
**sil**

*Figuer 3: it ferskil yn de sinjaturen (links ûnderinoar de foto's út eksimplaar I A 48951, rjochts ûnderinoar dy út eksimplaar A III 31 (digitalisearre foto's eigendom fan de Fryske Akademy)).*

Yn eks. I A 48951 binne de twadde en tredde en de fjirtjinde en fyftjinde  
side fan it sânde katern dus ferwiksele, wylst de folchoarder yn de trije oare  
eksimplaren oars is. As men it ferrin fan de tekst neigiet, is dy folchoarder  
ek de goede: nei de wurden *aldus ick monie* folget yn I A 48951 op de  
folgjende side *Soma een kolk delue der dat quick in moge*, wylst de oare  
trije as ferfolch jouwe: (*aldus ick monie*) *io bi dae ede deer y swerren*  
*habbet...* De lêste is fansels de goede folchoarder. Men mei dan ek wol sizze  
dat yn dit gefal it fel yn eks. I A 48951 earder printe west ha sil as dat yn de  
oare trije eksimplaren.

Fierder is by de korreksje op guon plakken in gewoane *r* ferfongen troch in saneamde rûne *r*, sadat eks. I A 48951 gjin rûne *r* hat, mar de oare trije eksimplaren al (ferl. figuer 4):

reipiet  
reipiet

*Figuer 4: allinne yn eksimplaar I A 48951 (links) wurdt de gewoane r altiiten brûkt op dit fel. Yn alle oare eksimplaren (ferl. eks. A III 31, rjochts) wurdt ek wol de saneamde rûne r brûkt (digitalisearre foto's eigendom fan de Fryske Akademy).*

In oar ferskil fine wy op de lêste side fan katern *I*: yn eksimplaar I A 48951 sitet dêr *Hyr nei folged Keiser Rudolphus boeck* (sûnder ynterpunksje). Yn eks. Schwartzenberg 3945a, neffens Galama ommers fan deselde printerslach, stiet *Hyr nei folged...* (ferl. figuer 5):

Hyr nei folged. Keiser. Rudolphus boeck.  
Hyr nei folged. Keiser. Rudolphus boeck.

Hyr nei folged. Keiser. Rudolphus boeck.

*Figuer 5: de lêste rigel fan katern I yn eksimplaar I A 48951 (links) en eksimplaar Schwartzenberg 3945a (rjochts) (digitalisearre foto's eigendom fan de Fryske Akademy)*

De eksimplaren I A 48951 en Schwartzenberg 3945a hearre yn de ferdieling fan Galama ta deselde printerslach. Der binne lykwols dochs ferskillen.

### 3 Konklúzje

Galama komt op basis fan it ûndersykjen fan de flaters en ferbetterings op ien side fan Druk ta in edysjeferdieling. Om't Druk lykwols net as ien gehiel, mar eins as in samling fan los beprinte fallen beskôge wurde moat, is Galama syn edysjeferdieling net betrouber. Ik ha sjen litten dat it eksimplaar I A 48951 op guon plakken ferskilt fan de eksimplaren 1074A, Schwartzenberg 3945a en Ms. néerlandais 45, wylst dy trije eksimplaren neffens Galama al yn deselde printerslach makke binne as eksimplaar I A 48951. Dêrmei wurdt dúdlik dat Galama syn edysjeferdieling net doocht en dus fersmiten wurde moat.

Om in goed oersjoch te krijen fan de printerslaggen fan Druk, soe in edysjeferdieling per verso- en rectokant fan in fel neigjen wurde moatte: dat is nammers de lytste 'print-ienheid'. Soks hâldt yn dat der 176/4=44 stem-

mata opsteld wurde moatte soene. Alhoewol't dat in hûdfol wurk is, soe dat wol ynsjoch jaan kinne yn de deistige printpratyk fan de *Freeska Landriicht-drukkertij*: hoefolle en hokfoar flaters makke de printer en hokker waarden ferbettere? In fraach dêrby kin dan wêze oft dy flaters troch ûnkrektens of troch ûnkunde oangeande it Frysk makke binne. Fierders soe it ek in goed ding wêze en sykje út hoe't de 'Vorlage' fan Druk der útseach en hoe't de sesuer yn de tekst tusken de katernen *I* en *L* ferklearre wurde kinne soe. Dat soe Ezaks ljocht smite kinne op it komôf fan it manuskript en dêrnei faaks ek dat fan syn 'auctor intellectuali'. As de printer yndie twa parsen ta syn foldwaan hân hat, sa't ik hjirboppe suggerearre ha, liket it my ûnwierskynlik dat er yn Frysân syn stâmplak hân hat: sa'n grutte en kommersjele printertij yn Frysân hiene wy dan grif it bestean wol fan witten.

### Literatuer

Brantsma/Wierdsma 1782

P. Brantsma/P. Wierdsma. *Oude Friesche wetten met eene Nederduitsche vertaaling en ophelderende aantekeningen voorzien* (2 dln.). Kampen /Ljouwert, ss. 1782-1788.  
Eekhoff 1856

W. Eekhoff. 'Betog dat de eerste druk van de oude Friesche wetten, bezorgd door heer Hidde Cammingha, omstreeks den jare 1484 is gedrukt te Leeuwarden', yn: *Vrije Fries* 7 (1856), ss. 362-378.  
Faber 1995

R.A. Faber. 'Hillebrandus Goffredus. In leard pastoar yn Huzum (1483-1487)', yn: *Tusken Potmarge en Jokse. Bydragen ta de skiednis fan it Sudertrimdiel* (1995), ss. 31-54 (Sudertrimdielrige II).  
Galama 1960

E. Galama. 'Freeska Landriucht. Fynsten en fragen', yn: K. Dykstra e.a. (red.). *Fryske stúdzjes oanbean oan prof. dr. J.H. Brouwer* (1960), ss. 125-134.  
Gerbenzon 1963

P. Gerbenzon. 'Teksthistoaryske oantekening by de Fivelinger tekst fan it Syndrjocht', yn: *Us Wurk* 12-4 (1963), ss. 75-80.  
Gerbenzon 1989

P. Gerbenzon. 'Aantekeningen over de Jurisprudentia Frisica', yn: *Tijdschrift voor de rechtsgeschiedenis* LVII (1989), ss. 21-67; 339-374.  
Gerbenzon e.a. 1961

P. Gerbenzon e.a. *Rudolfsboekmateriael. Gearfandele en biarbeide fan in stúdzjerounte oan de Ryksuniversiteit to Utert*. Groningen, 1961 (Estrikken XXXII).

Gerbenzon e.a. 1963

*Fryske stikken út codex Furnerius. In rige foarstúdzjes fan Grinzer en Uterter fristen* (2 dln.). Groningen, 1963 (Estrikken XXXIII-XXXIV).  
Haebler 1925

K. Haebler. *Handbuch der Inkunabelkunde*. Leipzig, 1925.  
Hellinga 1966

L. Hellinga/W. Hellinga. *The Fifteenth Century Printing Types of the Low Countries*. Amsterdam, 1966.

Hermans/Huisman 1981

J.M.M. Hermans/G.C. Huisman. *De descriptione codicum*. Groningen, 1981.

- Hettema 1837
- M. de Haan Hettema. 'Beknopte opgave der handschriften en gedrukte werken in de oudere en latere Friesche taal', yn: *Taalkundig magazijn of gemengde bijdragen tot de kennis der Nederduitsche taal* II (1837), ss. 225-274.
- Holtrop 1868
- J.W. Holtrop. *Monuments typographiques des Pays-Bas au quanzième siècle*. Den Haag, 1868.
- Johnston 1998
- T.S.B. Johnston. 'Old Frisian Law and the Frisian Freedom Ideology: Text and Manuscript Composition as a Marketing Device', yn: *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 49 (1998), ss. 179-215.
- Johnston 2001
- T.S.B. Johnston. 'The Old Frisian Law Manuscripts and Law Texts', yn: H.H. Munzke e.a. (red.). *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies* (2001), ss. 571-587.
- Kruitwagen 1948
- F.J. Bonaventura Kruitwagen o.f.m. 'De Freeska Landriucht-drukkerij [Friesland? omstreeks 1485-1490]', yn: L. Brummel e.a. (red.). *Koninklike Bibliotheek: gedenkboek, 1798-1948* (1948), ss. 45-71.
- Nijdam 2002
- J.A. Nijdam. 'Thui sint tha lathar: een niet eerder geïdentificeerde Oudwestfriesse tekst', yn: *Us Wurk* 51 (2002), ss. 43-54.
- Scholanus 1664
- C. Scholanus. *Beschryvinghe van de Heerlyckheydt van Friesland Tusschen 't Flie end de Lauwers*. Frijensjier, 1664 (repr. 1978).
- Schouten 2001
- D. Schouten. 'Hypothese op hypothese stapelen'. Theorieën over de Freeska Landriucht-drukkerij: een overzicht', yn: *De Boekenwereld* 17 (2000-2001), ss. 166-194.
- Van Buijtenen 1949
- M.P. van Buijtenen. 'De "auctor intellectualis" van de Freeska Landriucht-Drukkerij (Friesland? omstreeks 1485-1490)', yn: M. Nijhoff e.a. (red.). *Huldeboek Pater Dr. Bonaventura Kruitwagen o.f.m.* (1949), ss. 73-88.
- Van Buijtenen 1960
- M.P. van Buijtenen. 'De drukker van het Freeska-landriucht [Collegium S. Anthonii tom Gnadestberg Berlikum (Fr.)? 1483-1491?]', yn: K. Dykstra e.a. (red.). *Fryske stúdzjes oanbean oan prof. dr. J.H. Brouwer* (1960), ss. 99-123.

Van Thienen 1999

G. van Thienen. 'A Date for the Freeska Landriucht Press (1484-7) from Paper Evidence. With a Note on the Codex Roorda', yn: M. Davies (red.). *Incunabula. Studies in Fifteenth-Century Printed Books presented to Lotte Hellinga* (1999), ss. 141-167.

Von Richthofen 1840

K.F. von Richthofen. *Friesische Rechtsquellen*. Göttingen, 1840.

# Aldfryske preken?\*

Wjybren Scheepsma (Universiteit Leiden)

## 1 Ynlieding

Okkerjiers ferskynde ûnder de simpele titel *The Sermon* in standertwurk oer de midsteunke preek, yn 'e rige 'Typologie des Sources du Moyén Âge Occidental'.<sup>1</sup> De preek is sûnder mis ien fan 'e wichtichste literêre sjenres fan 'e Midsteuwen. Der binne tûzenen en tûzenen teksten oerlevere, en dat is mar in skym fan it tal preken dat troch de iuwen himmen útsprutsen is. De beite befolking de earste begjinsels medium om de foar it grutste part analfabedrachtsregels by te bringen. Fan âlds wurdt it preeksjenre fansels troch it Latyn dominearre, mei bg. de homiljen fan Augustinus, Gregorius of Jehannes Chrysostomos. Mar yn guon folkstalen, lykas de Ingelske, ûntstietalen der om it jier 1000 hinne ek al folkstalige preken. De measte oare folksjalisten fan de measte Europeeske folkstalen oersjoggen fan harren midsteunke preekliteratuer. Der binne bydragen oer it Ingelsk, it Dútsk, it Frânsk, it Italiensk, it Spaansk, it Noarsk en it Iislânsk.

It Frysk komt yn *The Sermon* net foar.<sup>2</sup> Dat is net sa hiel bysûnder, want yn oersjochwurken fan 'e Europeeske literatuer fan 'e Midsteuwen wurdt de Aldfryske letterkunde meastal net opnaam. Hjir sil wol meispylje dat it bestean fan 'e Fryske taal en literatuer net oeral like goed bekend is. Noch belangriker is it aparte karakter fan 'e Aldfryske literatuer dat hjir syn rol spilet. Hiene der Aldfryske Karethromans bestien, in wurk oer Rein de Foks of in mystyk traktaat, dan hie dat grif by spejalisten bekend west. Mar de Aldfryske letterkunde bestiet hast hielendal út juridyske wurken, lykas boetekêsten en lâmjochten. Binnen Europees ferbân is dizze tradysje perfoarst de

\* Ik wol Rolf Bremmer (Leien) tankje foar it kritysk trochlezen fan dit artikel. Kienzle (2000). Fgl. bg. *Lexikon des Mittelalters* VII, 171-183 ('Prediger'), dêr't it Afr. ek ûnbroekt.

<sup>1</sup> Nuveraardiger is dat it Middelnederlânsk ek gjin plak fûn hat yn *The Sermon*. De Nederlânskstalige preekliteratuer út 'e Midsteuwen is net foarlik en ek net in útsûnderlik ryk, mar hie mei syn omfang fan hûnderten oerlevere preken perfoarst 'e gearstallers te lizzen. Dat it safier net kaam is, hoecht net oan 'e koarsichthgens fan Mar de ôftrane jierren is dêr ferearing yn kaam, sa as û.o. bliken docht út Sherwood-Smith, M. en P. Sloop (2003).

muoite wurdich, omdat hja relatyf betiid en ryk is.<sup>3</sup> Juridyske teksten falle lykwols meastal bûten it eachweid fan 'e literatuererskiednisskriuwers. De Aldfryske literatuer wurdt dêrom benammen troch taalkundigen en (rjochts)historisy bestudearre.

Yn 'e Fryske lannen is like fûleindich preke as yn oare Europeeske gewesten.<sup>4</sup> Hokker taal oft misjonarissen as Bonifatius en Willibrord brûkten om de Friezen te bekearen is net alhiel dúdlik - se makken miskien gebrûk fan tolken - mar fan harren opfolger Liudger meie wy wol oannimme dat er yn syn lânstaal, it proto-Frysk dus, preke hat. De ferhalen oer it kerstenjen fan Fryslân út dit tiidrek binne bekend, mar skreaune preken binne der net mear.

Oer de lette Midsieuwen binne wy better ynformearre, en dat is benammen oan 'e bloei fan it kleasterlibben te tankjen.<sup>5</sup> Fan de lette tolfte ieu ôf is der in grut tal kleasters stifte, foaral fan 'e cisterciënzer en de premonstratynzer oarder. De abten Emo (ca. 1175-1237) en Menko út it kleaster Bloemhof by Wittewierum (notiids Grinslân) ha ús in prachtige kronyk neilitten, dêr't belangrike ynformaasje oer it geastlik libben yn Fryslân yn 'e trettjinde ieu yn te finen is.<sup>6</sup> In soad konkrete ynformaasje oer preeklitteratuer en it preekjen sels smyt dat lykwols net op. Wy binne wat dat oangiet better ôf mei de *Vitae abbatum Ori Sanctae Marie* út Westerlauwersk Fryslân. De fiif abtelibbens út 'e premonstratynzer abdij Mariëngaard by Hallum binne koartlyn op 'e nij útjûn en oerset troch Lambooj en Mol.<sup>7</sup> Fan ien fan dy *vitae*, dat fan abt Siard, sizze de útjouwers dat it skreaun is yn in traktaatachtige styl dy't wat de argumintaasje oanbelanget oan dy fan moralisearjende preken tinken docht. Siards libben wurdt, mear as de oare fjouwer, brûkt om in ideaal fan hilligens út te wurkjen.<sup>8</sup> Soene der werklik preken achter dy tekst stekke? It liket my net ûnmooglik dat der yn Mariëngaard nei syn dea oer Siards deugden preke waard en dat dy preken letter útwurke binne ta in *vita*. As dat al sa is, dan prate wy hjir oer Latynske preken fan Fryske grûn, net oer oarspronklik Fryske preken. Wy kinne der likernôch wis fan wêze dat de bruorren fan Mariëngaard ûnderinoar yn it Latyn praten en preken, en net yn har lânstaal.

<sup>3</sup> Ferl. Keverling Buisman, Frank (2000), 10: De Afr. Iânrijochten binne optekene foar 1200 en dêrmei de âldste fan 'e Nederlannen. Sjoch ek Bremmer, Rolf H. (2003), 11-13. Meikoarten ferskynt in wiidweidiger ferzje fan dy publikaasje ûnder de titel '*Hir is eskrivin*'. *De doorbraak van de schriftcultuur in de Friese landen in de dertiende eeuw* by de Fryske Akademy yn Ljouwert.

<sup>4</sup> Sjoch oer it preekjen om it jier 1000 hinne bg. Teunis, H.B. e.o. (1991), benammen 115-163, oer de preken van Radulphus Ardens (1040-1100).

<sup>5</sup> Sjoch hjitroer benammen Bremmer, Rolf H. Jr. (2003).

<sup>6</sup> Ed. Jansen, H.P.H. en A. Janse (1991).

<sup>7</sup> Ed. Lambooj, H.Th.M en J.A. Mol (2001).

<sup>8</sup> Lambooj, H.Th.M. en J.A. Mol (2001), 43-45. Sjoch fierder oer dizze *vita* Van't Spijker, I. (1998).



Dat der yn Fryslân yn 'e tretjinde ieu wol yn it Frysk preke is, stiet lykwols fêst. Ut it libben fan Jarich, de sânde abt fan Martiengard (1238-1240), docht bliken dat dy muonts in knap teolooch en in betûft preker wie. Hy preke ek grêtgeldwei foar it folk, dat wol sizze: yn it Aldfrysk. Skynber wie Jarich seis net alhiel ûntferden oer syn preekwurk, want hy hat guon fan syn preker optekene yn in boek mei eigen wurk, dêr't ûnder oare ek in eigen kommentaar op it Heechliet yn opnaam wie.<sup>9</sup> Lykas de measte oare prekers dy't har prûken op skrift stelden, die ek Jarich dat yn it Latyn, ek al wienen guon fan syn preken dan ornearre foar it folk. Latyn wie de taal fan tsjerke en wittenskip, dy't troch elke geastlike begrepen wurde koe. Yn Latynske foarm koern Jarichs preken ek oare prekers, yn prinsipe yn 'e hiele kristenheid, fan nut wêze. Sa fier is it winliken net kaam, want Jarichs boek mei de Latynske teksten is net bewarre bleaun en der binne ek oars gjin preken fan him bekend.<sup>10</sup>

De kleasterbeweging fan 'e lette tolfte en de tretjinde ieu yn 'e Fryske lannen stiet nêl op himsels. Yn oare parten fan Europa makke it kleasterwêzen ek in opfallende bloeitiid troch. Dêrnjonken ûntstienen ek allerhanne semi-religieuze ynstitúsjes lykas hospitalen of begine- en begardebuzen. Jen fan 'e meast opfallende aspekten fan dy útbarsjing fan religieus libben is it grutte tal froulju dat der diel oan hie. Men hat it dêrom wol oer de religieuze frouljusbeweging fan 'e tretjinde ieu. Yn in tal folkstalen binne yn it fûotspoor fan dy religieuze herfoaringsbeweging de earste geastlike literatueren ûntstien, dêr't meastal ek wol preken diel fan út meitsje. Ut it Romaanske taalgebiet binne der in lytse sânhûndert preken fan foar 1300 oer, dêr't it grutste part fan út it Noardfrynске taalgebiet komt, benammen út de Waalske krite.<sup>11</sup> It Heechdútske taalgebiet kin ûnder oaren wize op trije grutte prekesamlingen út 'e tretjinde ieu. Ut fransiskanske hoeke binne dat de preken fan Berthold fan Regensburg en de anonime *Schwarzwälder Predigten*, en fan wierskynlik cisterciënzer sinjater binne de *Sancti Georgener Predigten*. Ut Leech-Dútsklân witte wy folle minder, mar dêr ha ek yn 'e tretjinde ieu al wol folkstalige preken bestien.<sup>12</sup> Yn it Middelnederlânsk ha wy dan de *Limburgse sermoenen*, dêr't ik mysels de ofrûne

<sup>9</sup> *In eodem quoque libro inscripti habentur sermones annales, quorum quidem quosdam in materia ad populum profundans lingua post in Latium translatos, ad utilitatem legencium conscripsit ac studencium* (Lamboof), H.Th.M. en J.A. Mol 2001, 398 r. 19-21). Menko fan Wittewierum jout ek heech op fan Jarichs preekjen (Jansen, H.P.H. en A. Janse 1991, 342 r. 3-6).

<sup>10</sup> Der komt allereast gjin wurk fan in Jarich/Jaricus foar yn it prekererepertorium Schneyer, Johannes Baptist (1969-1990).

<sup>11</sup> Sjoch fierder Zink, Michel (1976) en Taylor, Larissa (2000).

<sup>12</sup> In oersjoch fan 'e Dútske preek yn 'e Midsteuwen jout Schiewer, Hans-Jochen (2000).

jierrren mei dwaande hâlden ha.<sup>13</sup> Mar foar it Aldfrysk is der út dit tiidrek neat. Ek yn Fryslân is wiidweidich preke yn it Frysk. De ferwizing nei it preekjien fan abt Jarich foar it folk bewiist dat. Mar oars as yn oare streken fan Europa hat dat yn 'e Fryske lannen gjin geastlike literatuer yn it Aldfrysk opsmitten.

Lykwols, de âldste hânskriften mei Aldfrysk rjocht binne trettjinde-iesk. Wy moatte der nei alle gedachten fanút gean dat de ferskriftliking fan de Aldfryske juridyske tradysje yn dizze ieu situearre wurde moat. Men kin jin dan ôffreegje hokker krêft der achter it optekjen fan wetsteksten yn it Aldfrysk ferskûle giet. De kleasters dêr't it Fryske gebiet yn dy tiid sa ryk oan is, moatte dêr in wichtige rol by spile ha.<sup>14</sup> Om't der gjin greeflik hof, kânselarijen of grutte stêden binne, binne der suver gjin oare kultuersintra oan te wizen as de kleasters. It soe dus kinne dat de Aldfryske literatuer dochs wol ferbân hâldt mei de bloeiende kleasterbeweging fan 'e trettjinde ieu. De belutsenheid fan 'e kleasters soe yn alle gefallen it ynslûpen fan lytse stikjes geastlik materiaal tusken de lânrijochten en de boekekêsten goed ferklearje kinne, lykas ek de fyftjin tekens fan it Lêste Oardiel yn it earste Riustringer hânskrift.<sup>15</sup>

## 2 Aldfryske houlikstaspraken

Al is der dan gjin Aldfryske preekliteratuer oerlevere, dochs binne der yn 'e jierren fyftich fan 'e foarige ieu in pear teksten ûntdutsen dy't ek frij ticht by dat belangrike midsteuske sjenre lizze. Der soe dus miskien dochs in lys haadstikje 'Aldfrykse preken' skreaun wurde moatte. Ik doel dan op de trije teksten dy't W.J. Buma yn 1957 ûnder de titel *Aldfryske houlikstaspraken* nei in hânskrift út Bazel útjûn hat.<sup>16</sup> It moat foar de útjouwer net maklik west hawwe om dy teksten te karakterisearjen. Hoewol't der no 'houlikstaspraken' op it titelblêd stiet en dat ek de namme is dêr't se meastal mei oantsjut wurde, hat Buma it yn syn wiidweidige ynlieding ek geregeldwei oer 'preken'. En ek oare ûndersikers dy't har mei de houlikstaspraken dwaande hâlden ha, lykas M.P. van Buijtenen, K. Heeroma en Rolf Bremer, ha dy sjenre-oantsjutting sa út en troch brûkt. Dat kin suver gjin tafal wêze. De houlikstaspraken meitsje yn alle gefallen dochs de yndruk preken

<sup>13</sup> Wybren Scheepsma, *De Limburgse sermoenen (13e eeuw). Over de oudste preken in het Nederlands*. (Manuskript. Zal verschijnen in het Engels).

<sup>14</sup> Sjoch hjiroer fierder Bremmer, Rolf H. Jr. (2003).

<sup>15</sup> Foar in oersjoch Buma, W.J. (1950); oer de 15 tekens p. 9-18. Oer dizze teksttradysje no Gerhardt, Christoph en Nigel F. Palmer (2002), dat ek in list fan alle bekende fynplakken fan dizze tematyk yn it Mhd, Mnd. en Mnl. oprnimt, mar lykwols it Afr. foarbyld net neamt.

<sup>16</sup> Buma, W.J. (1957).

te wêzen, of wêze te kinnen. De fraach dy't my hjir dwaande hâlde sil, is dêrom oft ien of mear fan 'e trije Aldfryske houlikstaspraken net ta de midseuske preekliteratuer rekkene wurde kin. En, twad, as soks it gefal wêze soe, kinne dy Aldfryske preken dan ynpast wurde yn it bredere ramt fan 'e folksrjalige preektradysjes fan 'e Midsieuwen?

Om dy fragen beäntwurdzje te kinnen, moatte wy earst bepaalde hokker teksten as preken jilde kinne, en dat is yn 'e praktyk net sa maklik. Yn *The Sermon* wurkje se mei in hiele romme defynysje fan it sjenre. Dat hat te krijen mei it grutte tal preeksitewaasjes yn 'e midsieuwen, yn tsjerken, kleasters en kapellen, mar ek op profanere plakken lykas stedspleinen. De gigantyske oerlevering fan preekteksten, yn in grut ferskaat oan foarmen, spilet hjir ek in rol: it falt net ta om yn dy oerfloed út te meitsjen wat wol in preek is en wat net. Dêrnjonken spilet noch it probleem dat de preek út soarte in mûnling sjenre is, dê't út 'e Midsieuwen lykwols allinnich mar skriftlike tsjügen fan oer binne. Der is dus altyd in spanning tusken mûnling útspruisen preek en de skriftlike delslach dêrfan. Wol men rjocht dwaan oan alle oerleveringsfoarmen en alle preeksitewaasjes en ek noch yn ien kear sawol de skriftlike as de orale preektradysje beflappe, dan is in pragmatyske defynysje needsaaklik.

De wurkdefynysje yn dit standertwurk giet dan sa: 'The sermon is essentially an oral discourse, spoken in the voice of the preacher who addresses an audience, to instruct and exhort them, on a topic concerned with faith and morals and based on a sacred text.'<sup>17</sup> Om de fjouwer kearnpunten nochtis te beneamen: it giet om teksten dy't bedoeld wienen foar mûnlinge foardracht; de tekst wurdt troch in preker – dat wol sizze, in geastlike dy't it preesteramt útoefenet – útspruisen; de tekst hat it doel om in beskaat publyk moorel te ûnderwizen; en it ûnderwerp fan in preek wurdt oan in hillige tekst, meastentids de bibel of de liturgy, ûntliend.

Ik sil besykje om út te finen oft ien of mear fan dy skaaimerken op 'e Aldfryske houlikstaspraken fan tapassing binne. Mar earst moatte wy de beskikbere ynformaasje oer de oerlevering en de auteur/kopist fan 'e houlikstaspraken eekes op in rjochje sette.<sup>18</sup> De trije teksten binne achter inoar oan (mar net tagelyk) delstreauw yn in hânskrift fan om 1450 hinne, dat letter by de kartuzers fan Bazel bedarre en dat noch altyd yn dy stêd bewarre wurdt (hs. Bazel, Universitätsbibliothek, F. VII. 12). De teksten befinne har yn in part fan it hânskrift dat mear as 100 folia grut is (f. 93-218) en dat yn syn

<sup>17</sup> Kienzle, Beverly Mayne (2000), 151.

<sup>18</sup> De wichtichste publikaasje oer de trije houlikstaspraken is Buna, W. J. (1957), dat in edysje mei in wiidweidige ynliding leveret. Fierders is fan belang in artikel dat M. P. van Buijtenen, W. J. Buna en K. Heetoma trijesom ferskine lieten yn *Archief voor de geschiedenis van de katholieke kerk in Nederland 1* (1959), 293-359 ûnder de tiel 'Middelieuwse Friese huwelijksstoepspraken in Bazel'; ik ferwiis yn dit artikel lykwols mei de ûnderskate bydragen fan de trije auteurs.

gehiel troch in *Bernardus Rordahusim* gearstald en ôfskreaun is. Der sitte foaral Latynske wurken yn, lykas in koarte tekst oer de altertsjinst, in tal eksimpels en ek in lange rige tiidrekkenkundige wurken.<sup>19</sup> Bernardus út Reduzum wie neffens ynskripsjes ûnder twa fan 'e teksten dy't der ôfskreau, yn 1445 studint yn Hildesheim yn Nedersaksen. Ut 'e gearstalling fan syn hân-skrift docht dúdlik bliken dat er in *clericus* wie, en sjoen syn interesse foar de altertsjinst ek in preester. Nei alle gedachten lei Bernardus yn Hildesheim, dêr't de goede foarbylden skynber foarhannen wienen, in hânskrift oan mei teksten dy't him yn 'e takomst noch fan pas komme soene.

Hoe't dy Fries yn Hildesheim fersille rekke, is net alhiel dúdlik. Neffens Van Buijtenen moat Bernardus Rordahusim dfel útmakke ha fan 'e Moderne Devoasje, de Noard-Nederlânske religieuze herfoarmingsbeweging út 'e fjirtjinde en fyftjinde ieu, dy't ek in soad ynfloed hân hat yn Leech-Dútsklân.<sup>20</sup> Ien fan 'e ôftakkings fan 'e Moderne Devoasje wienen de bruorren fan it miene libben. Dat wienen meast preesters, dy't mei lytse ploechjes byinoar wennen yn ien hûs en dêrwei yn 'e wrâld wurk op it mêd fan sielesoarch en ûnderwiis dienen. Hildesheim krige ek in fraterhûs, de Lûchtenhof.<sup>21</sup> Neffens Van Buijtenen wie dat it iennichste plak yn dy stêd dêr't Bernardus om 1445 hinne studearje kind hat. Ek al wurde wy út it Bazeler hânskrift suver neat oer de histoaryske Bernardus Rordahusim gewaar, dy teory oertsjûget dochts wol. Der hat sels in direkte bân bestien tusken Fryslân en Hildesheim. Doe't Hetto Hemmema, haadling fan Berltsum, yn 1482 yn syn doarp in fraterhûs stiftsje woe, stjoerde er in fertsjintwurdiger nei de Lûchtenhof yn Hildesheim. It soe miskien mear foar de hân lein ha dat er nei Dimter of Swol ta gongen wie, dêr't ommers de wichtichste Nederlânske bruorrehuzen stienen. Mar Berltsum waard in dochterstifting fan Hildesheim, omdat it Hetto der foaral om te dwaan wie dat de tsjerke fan Berltsum in kapittel-tsjerke mei in eigen kanunnikekolleezje wurde soe, lykas de Lûchtenhof dat wie. De nije stifting kaam dan ek Sint-Antoniuskolleezje te hjitten. In súkses wie it oars net, dat it Berltsumer hûs waard yn 1491 al wer sletten. Mar it liket dochts goed mooglik dat der al folle âldere kontakten tusken Hildesheim

<sup>19</sup> In beskriuwing fan dit hs., dat in grut tal, benammen Latynske teksten oer ûnderskate ûnderwerpen befettet, yn Buma, W.J. (1957), 2-15. Oer de fraach hoe't it hs. mei Afr. teksten sa fier fan hûs bedarje koe sjoch Van Buijtenen, M.P. (1959), 296-297; it soe meinaam wêze troch in Georg Carpentarius, dy't yn 1511 profesje die yn 'e Bazeler kartuis. It hs. fûn yn alle gefallen gjin plak yn 'e rike, meast folkstalige biblioteek fan 'e karuzer lekebruorren fan Bazel, dêr't tal fan twatalige hss. yn te finen binne. Sjoch oer dy lekebiblioteek it net újûne 'Habilitationsschrift' fan Honemann, Volker (1982).

<sup>20</sup>

Van Buijtenen, M.P. (1959), 318-334.

<sup>21</sup> Oer de Lûchtenhof sjoch Leesch, Wolfgang, Ernest Persoons en Anton G. Weiler (1979), 83-93. De Lûchtenhof ûnderhâlde goede bannen mei de beweging fan 'e bruorren fan it Miene Libben út 'e Iselstreek.

en Fryslân wienen en dat Bernardus yn dat ramt nei Hilldesheim gong om te studearjen.<sup>22</sup>

### 3 De teksten

De earste Houliktspraak dy't Bernardus Rordahusim yn syn hânskrift optekene, hat as opskrift *Een luitik by mankes moede*.<sup>23</sup> Dat it hjir om in foardrachtsiekst giet, docht ûnder oaren bliken út it gebrûk fan rymjende tekstparten.<sup>24</sup> Dy taspraak nimt in evangeljetekest ta útgongspunt: dêr't twa persoanen yn Gods namme byinoar binne, is God sels de tredde oanwêzige (Mt. 18:20). De auteur jout dan trije arguminten foar de hiliigens fan it houlik: it is 1) ymjochte troch God, 2) yn it paradys, en 3) yn de alderhliichste tiid (dat wol sizze: foar de sûndefal). Dêrmei is it houlikspear dêr't dy taspraak foar ornearre is, ek hiliige. De auteur winsket harren, alwer yn trijen, in lokkich libben, Gods segen en in soad bern ta. Dat skema wykt net sa hiel bot ôf fan fan wat yn midstiuske preken wensit is.<sup>25</sup>

Wat dêrnei komt, is lykwols fan in hiel oare oarder. De sprekker freget in betroude man om stean te gean en antwurd te jaan op wat oant no ta sein is. Dy twadde sprekker komt dan mei in lofredede op 'e frou yn acht punten, dêr't lykwols ûnder oaren yn steld wurdt dat God de steat fan fammen en wiidowen heger wurdearret as dy fan 'e troude frou. As er útspruisen is, nimt de earste sprekker it wurd wer, mei in kwinkslach nei it publyk. 'It soe al wakker hertsearich wêze, as jo mei sok sizzen ús ús froulje ûntkeare wolle', sa set Buma hjir oer.<sup>26</sup> Dan ropt er de brullofters op om sitten te gean en te drinken. Der is boppedat in tankwurd foar de koks en de skinkers dy't de gasten sa goed ûnthelle ha. Oan 'e ein fan syn petear ropt de sprekker de froulju op om de breid ree te meisjen en har oan de brêgeman oer te jaan.

It is net iens de ynhâld fan it petear fan 'e twadde sprekker dat hjir foar twifel soarget, want dat soe noch frij aardich yn in preek passe. Mar it giet tsjin alle regels fan it preksjesnre yn dat der twa sprekkers oprede dy't in soarte fan komyske twaspraak oangeane, ek al binne de wurden fan beide

<sup>22</sup> Oer de koarte skiednis fan it Sint-Antoniuskolleezje fan Bertsum sjoch Weiler, A.G. (1997), 170-172.

<sup>23</sup> Ed. Buma, W.J. (1957), 60-63; Ned. oers. yn Buma, W.J. (1959), 335-338. Ik ha hjir ek gebrûk makke fan in noch net publisearre krityske edysje fan Rolf H. Bremmer jr.

<sup>24</sup> Fgl. Heerona, K. (1959) 351-352 oer it rym.

<sup>25</sup> Fgl. Buma, W.J. (1957), 49: 'Dan wiist er har yn trije punten - neffens in party minsken bistreane goede preken noch yn trijen! - op de earberens fan 'e houlikssteat'.

<sup>26</sup> Buma, W.J. (1957), 49.

sprekkers dan ek ridlik geastlik.<sup>27</sup> Buma tinkt dat de twadde sprekker de *mekere* is, in betrouber persoan dy't doedestiids feint en faam byinoar brocht en de houliksbetingsten regele.<sup>28</sup> Ut 'e kontekst wurdt fierder dúdlik dat dy taspraak ornearre is foar in brulloft dy't plakfynt yn it hûs fan 'e heit fan 'e breid. Sa'n feestlik barren is ek net de kontekst dêr't wy no by in preek alderearst oan tinke, mar skynber waard der yn 'e Midsieuwen ornaris yn it hûs fan 'e breid trouw en fûn ek de tsjerklike ynsegening dêr plak.

De twadde tekst waard ek troch Bernardus' hân skreaun en begjint mei de wurden *By this hueshera oerlowe*.<sup>29</sup> De sprekker freget de gasthear ta stimming om wat sizze te meien; ek hjir binne wy dus yn in hûs, en net yn in tsjerke. Mar de sprekker begjint mei in ferwizing nei it hillich sakramint fan it houlik dat hjir, dus yn dit hûs, útfierd wurde sil. Hjir meie wy der wis fan útgean dat de sprekker in geastlike wie, in preester, dy't it rjocht hie om in houlik tsjerklik te befêstigen.<sup>30</sup> Syn tekst hat ek hiel wat skaaimerken fan in preek. Ek yn dizze taspraak wurdt de hilligens fan it houlik mei trije arguminten oantoand, dy't wy foar in part al út 'e earste tekst kenne. As earste: God sels hat it houlik ynsteald en hillige, en net de bibelse aartsfaders of de apostels. It twadde argument wurdt troch de auteur oerslein, mar hy sil, lykas yn 'e earste tekst, bedoeld ha dat it houlik yn it paradys ynsteald is. Mear wurk wurdt der fan it tredde punt makke, nammentlik dat God it houlik ynstealde foar de sündefal.

It twadde part fan dizze twadde houlikspraak hat wat in moralistske ynslach. De sprekker wiist de beide jonge minsken op har rjochten en plichten yn it kristlik houlik. It lichem fan 'e frou heart oan har man en dêrom mei er gjin oare frou begoare as syn eigen. De frou moat ûnderdienich oan har man wêze, ensafuorthinne. De auteur hellet syn argumenten hieltyd út 'e Hillige Skrift. Der binne gjin oanwizings dat dit twadde part troch in twadde sprekker útsprutsen wurdt. Wy ha hjir mei ien sprekker te meitsjen, dy't wol in geastlike wêze moat.<sup>31</sup> De toan fan dizze taspraak is ek minder loftich, sûnder ferwizings nei in feest, mar wol nei it brulloftssakramint.

<sup>27</sup> Heeroma, K. (1959), 352 en 354 makket de sitewaasje hiel kompleks. Neffens him is dizze earste houlikspraak wol troch in *clericus* skreaun (mar nei alle gedachten net troch Bernardus Rordahusim), mar is de tekst opset as in gearspraak tusken twa leken. Dêrmei sprekt er Buma, W.J (1957), 48 tsjin, dy't krekt miende dat de beide sprekkers (en dus ek de *mekere*) geastliken west ha moatte. Buma, W.J. (1957), 49.

<sup>29</sup> Ed. Buma, W.J. (1957), 63-66; Ned. oers. yn Buma, W.J. (1959), 338-340. Fgl. Heeroma, K. (1959), 350-351.

<sup>31</sup> Buma, W.J. (1957), 51 woe ha dat it *twa woerd* dat yn 'e oanhef fan dizze tekst stiet, op it sjenre fan 'e tekst sloech, dat dan in *twawoerd*, in gearspraak wie. Mar Heeroma, K. (1959), 350 liet sjen hoe't de tekst lêzen wurde moat. Der stiet nl. *Seel hiii weza een twa woerd tho sprekanē at dius* (Buma, W.J. (1957), 63, 63 r. 2); dat wol dus sizze: '... ien of twa wurden te sprekken'.

De tredde houliktspraak is hastich delstkreann, mei gâns ôfkoartings, op in los blêd dat letter yn it hânskrift skood is.<sup>32</sup> De hân is oars as dy fan 'e earste beide taspraken en soe dêrom neffens Buma net fan Bernardus Rordahusim wêze. Heeroma miende Jykwols dat dizze tekst no krekt mei wissicheid in eigen wurk fan Bernardus is, dat troch himsels yn 'e gauwichheid optekene i s.<sup>33</sup> Dizze tredde tekst wie ek foar in brulloft ornearre. Mar kinne de oare beide teksten mistken as modellen beskôge wurde, dêr't de nammen fan breid en brêgeman as N.N. omskreann wurde, hjir binne dy nammen ynfolle. Dizze taspraak is makke foar de brulloft fan in Tiark en Thyka. It hat der alle skyn fan dat de auteur – ik nim oan, Bernardus Rordahusim – spesjaal foar dat troufeest in houliktspraak makke hat. Hy moat syn tekst foar himsels op in los blêd útwurke ha, dat er úteinlik dochs mar yn syn kodeks bewarre. Dat it in rektike foar eigen gebrûk is, docht bliken út it grutte tal nuverardi ge ôfkoartings dat der brûkt is. It is suver in wûnder dat dit kladsbedsjie bewarre bleaun is.

As tema foar de tredde houliktspraak is in lêzing út it evangeelje oer de brulloft fan Kana keazen, dy't yn 'e oare beide teksten net foarkomt.<sup>34</sup> Mar ynâldlik is it ferskil net sa hiel grut. De skriuwer, oft dat no Bernardus is of net, hat dit wurkstik gearstald mei help fan 'e beide oare houliktspraken út it Bazeler hânskrift. De trije argumenten foar de hillicheid fan it houlik komme hjir yn in wat oare gearstalling werom. De auteur wurket dêrnei noch trije oare punten oer it houlik út, dêr't er syn petear mei beslute sil. Yn it foarste plak wêrom't it houlik ynsteld is: om de minske Adam help en kerij rjefoaren te kommen, troch elke man syn eigen frou te jaan. Tred hoe't de minsken har ûnder it houlik te hâlden ha: it doel is om bern te krijen, en net om de hertstocht te befredigjen. En dy bern moatte fansels opbrocht wurde yn eare en deugd fan God.

Op dit punt kaam ferkeltet de auteur noch in eksimpel oer Lucretius en syn soan Sanguineus, dat er lêzen hat yn in wurk fan Boëthius. De heit

<sup>32</sup> Ed. Buma, W.J. (1957), 63-80; in Ned. oers. yn Buma, W.J. (1959), 340-344. Oer de paleografy fan it ynskode blêd sjoch Buma, W.J. (1957), 16-17 (mei foto fan it hs.).

<sup>33</sup> Buma, W.J. (1957), 55 mient dat de skriuwer fan dizze tredde tekst de beide wurken fan Bernardus plondere hat. Hy soe yn 'e sin *Dissen heilige orden als bene bernardus frater habbet maket heilige iud* (Buma, W.J. (1957), 67, 23 - 68, 25) lêzing foar. Neffens him wurdt hjir doeld op de hilige kleasterarden fan Benedictus, Bernardus en Franciscus. Ik bin it mei Heeroma iens dat it by dizze tredde tekst hiel goed gean kin om in autograaf fan Bernardus Rordahusim, mar der soe in paleograaf net it skrift sjen moatte.

<sup>34</sup> Dat it evangeelje oer de brulloft fan Kana de klassike tekst foar dit soarte fan gelegenheden is, docht ek bliken út 'e houlikspreden fan 13de-ienske biddelmnuontsen, Jykas Hugo fan St. Cher en Guibert fan Doornik. Fgl. d'Avray, D.L. (2001), 1-2.

hâlde sa bot fan syn soan dat er him net koart genôch hâlde. Sanguineus joech net om sizzen en woe syn masters net nei de eagen sjen. Hy bedarre safier op it ferkearde paad dat er úteinlik ophongen wurde soe oan 'e galge. Doe't Lucretius ôfskie fan him nimme woe, biet syn soan him de noas ôf. Sa makket in net goed opbrochte soan ek syn heit ta skande. Yn 'e oare beide taspraken fine wy sokke eksimpels net. Dat hat miskien te krijen mei it feit dat dizze tredde taspraak gjin model wie, mar in útwurke tekst foar in beskate brulloft. Ut 'e praktiken fan fransiskanen en oare folksprekers witte wy dat hja, as se preken opskreaunen, hiel faak de eksimpels net opnammen of heechút mei in inkel stekwurd oanjoegen hokker eksimpel der komme moast. As it safier wie, dan fertelden se soksoarte fan koarte ferhaaltsjes út 'e holle.<sup>35</sup>

Nei it ferhaal fan Lucretius en Sanguineus giet de tekst noch fierder, ek al is dit eksimpel as ein oankundige. Der komt noch in lang tankwurd, dat út namme fan brêgeman Tiark útsprutsen wurdt. Ek hjir komt, lykas yn 'e earste taspraak, in twadde sprekker oan it wurd, dy't in oare funksje hat as de earste. Hy beskriuwt hoe't de earste kontakten lein binne en hoe gastfrij de fertsjintwurdigers fan Tiark ûntfongen waarden. Nei't er rieplachte wie oer de betingsten foar it houlik, krigen hja in brief mei as antwurd foar de oansteande brêgeman. Hjir wurdt de saaklike, yn plak fan de geastlike kant fan it houlik tusken Tiark en Thyka besprutsen. Skymben is hjir wer in *meke-re* oan it wurd, mar oars as yn 'e earste taspraak is hjir suver gjin stylferskil mei de earste sprekker.<sup>36</sup> Dochs moat ek dizze tekst yn it foarste plak as in gearspraak jilde. Ear't wy it besprek fan 'e houlikstaspraken ôfslute, moat der noch in fjirde tekst neamd wurde, dy't yn it Bazeler hânskrift op 'e tredde houlikstaspraak folget. It giet om in Latynsk traktaatsje oer it houlik, dat faaks as boarne brûkt is foar benammen de lêste beide houlikstaspraken. Van Gelderen en Orbán ha de tekst újûn en ha sjen litten dat dit Latynske houlikstraktaat royaal gebrûk makke hat fan it *Summa legum* fan Raymundus de Pennafort (†1275).<sup>37</sup> It 18de kapittel út dit juridyske kompendium, mei de titel *De matrimonio*, foarmet it ramt foar it houlikstraktaat yn it Bazeler hânskrift, dat lykwols in stik wiidweidiger is. Dy tekst is ek yn

---

<sup>35</sup> Benammen de fransiskanen besochten har preken foar it folk tagonkliker te meitsjen, bygelyks troch anekdoaten en eksimpels te fertellen, lytse toanielstikjes op te fieren en soms sels mei marionetten te spyljen. Sokke aardichheidsjes hearden foar de preker net ta de kearn fan syn wurk en dêrom waarden se yn 'e preektekst faak mar mei ien, twa wurden oantsjut. Oer de preekpraktik fan 'e fransiskanen sjoch d'Avray, David (1985); ferl. bg. Taylor, Larissa (2000), 749-753. – Men soe jin ôffreegje kinne oft it spyljen fan twa rollen yn de earste en de twadde Afr. houlikstaspraak ek net sa opfette wurde moat, mar dat is dochs net sa wierskynlik.

<sup>36</sup> Heeroma, K. (1959), 354-356.

<sup>37</sup> Van Gelderen, Margreet F. en Arpad Orbán (1990); edysje fan 'e tekst op 'e pp. 104-107; in Dútske oersetting op p. 108-111.



'e hân fan Bernardus Rordahusim, mar moat, sjoen it minder fersoarge skrift, letter byskreaun wêze. It soe goed kinne dat Bernardus dit Latynske wurkje taheakke hat om't it de foarnamste argumintaasje leverre foar wat yn 'e oare houlikstaspraken útlein wurdt.

#### 4 Oersjoch

Grutte stikken fan 'e trije Aldfryske houlikstaspraken meitsje troch ynhâld, styl en it orale karakter de yndruk preken te wêzen. De tsjerkeministearikus C.C. de Bruin wiisde yn in sinjalemint fan Buma's útfêtte fan de taspraken op ynhâldlike ferbannen mei de Moderne Devoaasje, sunder dêr lykwols arguminten foar te jaan.<sup>38</sup> Lenkear op dat spoar set socht Van Buijtenen nei in mooglik model foar de taspraken fan Bernardus Rordahusim yn kritten fan moderne devoaten yn Leech-Dútsklân. Sa bedarre er by Johannes Veghe, rector fan it fraterhûs yn Mûnster en in betûft preker, dy't 23 preken yn it Leechdútsk neilitten hat.<sup>39</sup> Neffens Van Buijtenen lykje de Aldfryske houlikstaspraken wat styl en ynhâld oanbelanget frij aardich op Veghes kol-lasjes. De kollasje (*collatio*) is in sub-sjeme fan 'e preek, dy't benammen yn 'e kleasters en suster- en fraterhuzen fan 'e Moderne Devoaasje in soad tapast is. De kollasje is lossier fan opset as in preek; faak jout in tafallige opmerking fan ien fan 'e oanwêzigen de preester stof om loswei in geastlik betoech op te setten. De kollasje is ien fan 'e belangrike media dy't de Moderne Devoaasje brûkte om de eigen leden, mar soms ek wol de leken út 'e wrâld, op te roppen om mear neffens de deugden te libjen.<sup>40</sup>

It giet my wat te fier en lis sa'n strektrjocht ferbân tusken de houliks-taspraken en de kollasjes fan Johannes Veghe as Van Buijtenen úrsteld hat. Mar as Bernardus Rordahusim yndie syn oplieding by de fraters fan 'e Lich-tenhof yn Hildesheim krige hat, dan is it goed mooglik dat de geastlike ynhâld fan de Aldfryske houlikstaspraken foar in part ûntliend is oan wat troch de devoaten leard waard. Dat de taspraken dy't Bernardus opskreaun foar wat styl en ynhâld oanbelanget wol lykje op de kollasjes fan 'e moder-ene devoaten, wurdt dan in stik begrypliker. Mar wy kinne de houlikstaspra-ken net samar beskôgje as in seldsume Aldfryske fariant fan 'e kollasje- en prekeliteratuer fan 'e Moderne Devoaasje, dy't sa breed yn it Middelneder-lânsk en it Leechdútsk oerlevere is.

<sup>38</sup>

De Bruin, C.C. (1958).

<sup>39</sup>

Van Buijtenen, M.P. (1959), 330-331. Oer Johannes Veghe sjoch Jostes, Franz (1882), mei ek in besprek fan Veghes preken. Folle resintier binne Schmidke, Dietrich (1999) en Costard, Monika (1995).

<sup>40</sup>

Oer de kollasje by de devoaten sjoch Mertens, Thom (1996) en Scheepsmma, Wybren (1997), 70-74 en 116-120.

Mei wat goede wil kin de twadde houlikstaspraak noch wol ta dit literatuertype rekkene wurde. Hjir is ien sprekker oan it wurd dy't nei alle gedachten in geastlike is. Hy hâldt syn petear lykwols net yn in tsjerke, in kleaster of in fraterhûs, mar yn it hûs fan 'e breid. Syn tekst is lykwols ornearre as begelieding en taljochting fan it houlikssakramint, en dat is in liturgyske plechtichheid. Mei it each op de klerikale toan en mei de miiskrekt oanhelle definysje yn 'e achterholle, is der suver neat op tsjin om dizze taspraak as in preek te beskôgjen.<sup>41</sup>

De oare beide houlikstaspraken binne dochts wat min yn it prekesjenre yn te passen. Wat dêr foaral tsjin sprekt, is de *mekere*, dy't yn beide teksten syn sechje docht. In preek is út soarte in monolooch fan in geastlike, wylst dizze beide teksten ynklaid binne as gearspraken tusken twa personaazjes. It is boppedat de fraach oft de *mekere* wol altyd in geastlike wie (ek al wurdt syn tekst yn 'e tredde taspraak dan ek troch Bernardus Rordahusim útskreaun). Dizze beide taspraken fine ek plak yn in feestlike kontekst dy't suver gjin ferbân hâldt mei de liturgy. Se ferwize ek nei de wrâldske kant fan 'e Fryske houlikspratyk, al is de fierdere ynhâld foar it grutste part geastlik. Buma socht dêrom in ferbân tusken dizze Aldfryske houlikstaspraken en de Nederlânsktalige *bruytspraken*, sa't dy bygelyks bewarre bleaun binne yn *Dboeck der amoureuusheit* (1580). Yn in breidsspraak bepleitisje twa of trije personaazjes foar de breidstafel it foar en tsjin fan it houlik.<sup>42</sup> Der bestiet in fuortsetting fan dy tradysje yn it Mîdfrysk, yn 'e foarm fan 'e santjinde-ieuske brullofstdichten *Woutir en Talle* en *Ansck in Houck*. Der is dus gâns foar te sizzen om de earste en de tredde houlikstaspraak te beskôgjen as de earste oerleveringsstjûgen fan in breidsspraak- of breidsspultradysje, dêr't it Frysk dan wol hiel betiid mei is.

Mar dêrmei is de fraach noch net oplost wêrom't de Aldfryske houlikstaspraken sa op preken lykje. It falt net ta om hjir wat bestekliks oer te sizzen, om't der gjin oare mîdsieuske brullofstdaspraken út Fryslân bewarre bleaun binne. It kin net oars of de trije teksten út it Bazeler hânskrift binne mar it topke fan 'e iisberch. Bernardus Rordahusim hat it sjenre fan 'e houlikstaspraak net sels útfûn. It sil yn syn tiid hiel gewoan west ha dat der by in brulloft ien of mear taspraken en/of gearspraken hâlden waarden troch in geastlike en/of in *mekere*. De tsjerke hat der bot foar krewearre, al sûnt it jier 1000, om it houlik yn it kanonike rjocht ûnder te bringen.<sup>43</sup> Benammen yn de tretjinde ieu besochten de biddeloarders om de kristlike houliks-

<sup>41</sup> Fgl. Heeroma, K. (1959), 350-351.

<sup>42</sup> Buma, W.J (1957), 50-51 en ek Heeroma, K. (1959), 352-354. Oer de *bruidsspraak* sjoch Pîkhaus, P. (1988-1989), dl. 1, 20-23, dy't dat sjenre losmakket fan it tafelspul.

<sup>43</sup> Sjoch *Lexikon des Mittelalters* III, 1616-1648 (lemma 'Ehe'), hjir benammen k. 1623.

moraal oeral yn 'e kristenheid oan 'e lekerwâld op te lizzen.<sup>44</sup> Ek yn Fryslân sil men besocht ha om oan de âlde houlikriten in kristlike tint te jaan.<sup>45</sup> It leaist troch in preester ynsegene wurde moast, ek al kamen noch oant yn 'e fyftjinde ieu lekebrulloften foar. Dat sa'n geastlike der in preek by levere dêr't er de kristlike grûnslach fan it houlik yn útlei, leit dan frijwat foar de hân. Mar as wy op de trije Aldfryske houlikstaspraken ôfgean meie, besteâlde nen der yn it kristlike Fryske houlikstritueel yn 'e 15e ieu noch allegearre man.

Faaks meie wy no foarsichtich stelle dat in figuer as Bernardus Rordaraal him beweech op it krúspunt fan de wrâldske rite en de geastlike moudhoulikstaspraken hâlden hat. Der moatte dêr folle mear geastliken west ha dy't soks diene, mar de measten sille harren teksten net úskreaun ha. Dat Bernardus soks wol die, moat in bysûndere reden hân ha. It soe bygelyks wêze kinne dat er, ûnder ynfloed fan 'e buorren fan it Miene Libben yn Hildesheim, it geastlik gehalte fan syn houlikstaspraken heger makke as yn syn thúslân wents wie. Dat soe goed passe yn it stribjen fan 'e Moderne Devoasje om it libben yn it kleaster en yn 'e wrâld safolle mooglik te hilligjen. Dan soenen de trije Aldfryske taspraken it resultaat wêze fan in houlik tusken âlde, noch heal heidenske Germaanske houlikriten en in let-midsieuenske religieuze herfoarmingsbeweging.

## 5 Konklúzje

As ik it hear no noch in kear oersjoch, kom ik ta dizze foarsichtige konklúzje: It geastlike aspekt yn 'e trije Aldfryske houlikstaspraken is opfallend, taspraak soe sels as in preek jilde kinne; in nij oersjochwurk fan 'e folkstafertsjinje. Mar dochs passe de houlikstaspraken benammen goed yn it algedytske aspekt. Yn twa fân 'e trije taspraken is de *mekere* oan it wurd, in man dy't yn 't foarste plak in funksje hat by de juridyske kant fan it houlik. Dat it Latynske houlikstraktaat dat Bernardus Rordahusim yn syn kodeks opnaam, foaral op Raymundus de Pennaforto weromgiet, wol yn dit ferbân ek wol wat

<sup>44</sup> Ferl. d'Avray, D.L. (2001), dy't stelt dat de skreaune preek op dit mêd as in massamedium *avant la lettre* ynsel waard.

<sup>45</sup> Sjoch *Lexikon des Mittelalters* III, 1616-1648 (lemma 'Ehe'), hjir benammen k. 1629-1630.

size. Raymundus wie in ferneamd kanonist en skreau ek oer it houlik yn syn *Summa legum*. Bernardus brûkte fêst ek teologyske boarnen foar syn houlikstaspraken, mar hy naam allinnich in kanonyk-rjochtlik traktaat oer de grûnslach fan it houlik yn syn hânskrift op. Al hearre de houlikstaspraken ek ta de meast geastlike teksten út 'e Aldfryske literatuer, ek yn dizze fromme taspraken is de Fryske rjochtspraktyk net fier fuort.

## Literatuur

- d'Avray, David (1985)  
*The preaching of the friars. Sermons diffused from Paris before 1300*. Oxford.
- d'Avray, D.L. (2001)  
*Medieval Marriage Sermons. Mass Communication in a Culture without Print*. Oxford.
- Bremmer, Rolf H. Jr. (2003).  
*Het culturele schriftlandschap in Friesland in de 'lange' dertiende eeuw*. Rede uitgesproken bij de aanvaarding van het ambt van bijzonder hoogleraar Friese Taal- en Letterkunde vanwege de Fryske Akademy te Ljouwert aan de Universiteit Leiden. Leiden.
- De Bruin, C.C. (1958)  
Boekaankondiging fan: Buna, W.J. (1957) yn: *Nederlands Archief voor Kerkgeschiedenis* n.s. XLII (1958), 180.
- Van Buijtenen, M.P. (1959)  
'Bernardus Rordahusim en zijn kring', yn: *Archief voor de geschiedenis van de katholieke kerk in Nederland* I (1959), ss. 294, 334, 359.
- Buna, W.J. (1950)  
'Geestelijke literatuur in Oud-Friesland', yn: *Trijertson. Ynhedingen hâlden yn de Fryske seksje fan it Ned. Philologekongres 1950*. Grins-Djakarta, ss. 5-50.
- Buna, W.J. (ed.) (1957)  
*Alfryske houliktspraken. Mei ynlieding, oantekeningen, nammelist, wurdboek en in Ingelske gearfeting*. Assen.
- Buna, W.J. (1959)  
'Vertaling der Oudfriese huwelijkspraak', yn: *Archief voor de geschiedenis van de katholieke kerk in Nederland* I (1959), ss. 335-344.
- Costard, Monika (1995)  
'Zwischen Mystik und Moraldidaxe. Deutsche Predigten des Fraterherren Johannes Veghe und des Dominikaners Konrad Schlatter', yn: 'Frauenklöstern des 15. Jahrhunderts', yn: *Ons geestelijk erf* 69 (1995), ss. 235-259.
- Van Gelderen, Margreet F. en Arpad Orbán (1990)  
'Ein lateinisches Ehebraktat in einer Baseler Handschrift aus dem 15. Jahrhundert und dessen Beziehung zu den drei altfriesischen Traureden in dem Manuskript', yn: Rolf H. Bremmer jr., Geart van der Meer en Oebele Grins (red.), *Aspects of Old Frisian Philology*. Amsterdam-Atlanta, GA-Grimms, Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik 31/32, ss. 102-124.

- Gerhardt, Christoph en Nigel F. Palmer (ed.) (2002). *Das Münchner Gedicht von den 15 Zeichen vor dem Jüngsten Gericht. Nach der Handschrift der Bayerischen Staatsbibliothek Cgm 717. Edition und Kommentar*. Berlin, Texte des späten Mittelalters und der frühen Neuzeit 41.
- Heeroma, K. (1959) 'Auteurschap en structuur der Aldfryske houlikspraakten', yn: *Archief voor de geschiedenis van de katholieke kerk in Nederland* 1 (1959), ss. 344-359.
- Honemann, Volker (1982) *Deutsche Literatur in der Laienbibliothek der Basler Kartause 1480-1520*. Habilitationsschrift Freie Universität Berlin (net útjûn).
- Jansen, H.P.H. en A. Jansse (1991) *Kroniek van het klooster Bloemhof te Wittewierum*, Hilversum, 1991, Middelieuwe studies en bronnen 20.
- Jostes, Franz (1882) *Johannes Veghe. Ein deutscher Prediger des XV. Jahrhunderts*. Inaugural-Dissertation [ensfh.] Halle.
- Keverling Buisman, Frank (2000) 'Mer 't is geen lantrecht'. *Over regionale wetboeken als bron van het oud-vaderlands recht van de Middeleeuwen tot de tijd van de Republiek*. Amsterdam.
- Kienzle, Beverly Mayne (red.) (2000) *The Sermon*. Turnhout, Typologie des Sources du Moyen Âge Occidental, Fasc. 81-83.
- Lambooij, H.Th.M. en J.A. Mol (2001) *Vitae abbatum Orti Sancte Marie. Vijf abtenlevens van het klooster Mariëngaarde in Friesland*. Hilversum [ensfh.], FA 923.
- Leesch, Wolfgang, Ernest Persoons en Anton G. Weiler (1979) *Monasticum fratrum vitae communis*, Dl. II, *Deutschland*, Brussel, 1979, Archief- en bibliotheekwezen in België, extra nummer 18.
- Lexikon des Mittelalters*  
R. Auty [e.a.], *Lexikon des Mittelalters*. 10 dln. 1980-1999.
- Mertens, Thom (1996) 'Collatio und Codex im Bereich der Devotio moderna', yn: C. Meier, D. Hüpfner en H. Keller (Hg.), *Der Codex im Gebrauch*. Münster, Münstersche Mittelalter-Schriften 70, ss. 163-182.
- Pikhaus, P. (1988-1989) *Het tafelspel van bij de rederijkers*. 2 dln. Gent.

- Scheepsma, Wybren (1997)  
*Deemoed en devotie. De koorvrouwen van Windesheim en hun geschriften.* Amsterdam, Nederlandse literatuur en cultuur in de Middeleeuwen XVII.
- Schiewer, Hans-Jochen (2000)  
 'German sermons in the Middle Ages', yn: Beverly Mayne Kienzle (red.), *The Sermon.* Turnhout, ss. 861-961.
- Schmidke, Dietrich (1999)  
 'Johannes Veghe, und Pseudo-Veghe', yn: Kurt Ruh et al., *Die deutsche Literatur des Mittelalters. Verfasserlexikon*, Bd. X (1999), kol. 190-199.
- Schneyer, Johannes Baptist (1969-1990)  
*Repertorium der lateinischen Sermones des Mittelalters für die Zeit von 1150-1350*, 11 dln. Münster, Beiträge zur Geschichte der Philosophie und Theologie des Mittelalters 43/1-11.
- Sherwood-Smith, Maria en Patricia Sloop (2003)  
*Repertorium van Middel nederlandse preken in handschriften tot en met 1550.* Dl. 1, *Anwerpen-Brussel.* Dl. 2, *Den Haag-Leiden.* Dl. 3, *Indices.* Leuven, Miscellanea Neerlandica XXIX.
- Van't Spijker, I. (1998)  
 'Een matte biografie, een heiligenleven met allure. De dertiende-eeuwse Vita Siardi', yn: D.E.H. de Boer, R.I.A. Nij en R.W.M. van Schaik, *Het Noorden in het midden. Opstellen over de geschiedenis van de Noord-Nederlandse gewesten in Middeleeuwen en Nieuwe Tijd.* Assen, ss. 187-199.
- Taylor, Larissa (2000)  
 'French Sermons, 1215-1535', yn: Beverly Mayne Kienzle, *The Sermon.* Turnhout, ss. 713-758.
- Tennis, H.B. e.o. (1991)  
*Kerstening van christenen. De verhouding van geestelijken en leken in de hoge middeleeuwen.* Amsterdam-Atlanta, GA.
- Weiler, A.G. (1997)  
*Volgens de norm van de vroege kerk. De geschiedenis van de huizen van de broeders van het Gemene leven in Nederland.* Nijmegen, Middeleeuwse studies XIII.
- Zink, Michel (1976)  
*La prédication en langue Romane avant 1300.* Paris, Nouvelle Bibliothèque-que du Moyen Âge 4.





# Taalkunde



# Oer in Kjelde ûndersiikstaken op it mêd fan it Westerlauwersk Frysk

Nils Århammar (Universitât Flensburg en Nordfriisk Instituut,  
Bräist/Brødtekt)

*Dit is sûrt de sechsigger jierren myn fjirde filologekongreslêzing en myn earste yn it Frysk. Ik hoopje dat dit besykjen net oerkomme sil as 'Ammg-sung', mar sa as it bedoeld is: as earbied foar jimme taal, dêr't ik – no al in hiel skoft ljn – tolve jier yn en mei libje en wurkje mocht. En úteinlik leit it ek wol yn 'e reden, om – as it heal kin – de kwa adressaat en ûnderwerp gaadlikst e taal foar kar te nimmen, en dat is yn dit gefal sûnder mis it Frysk.*

## 1 Ynlieding

It útgongspunt fan myn lêzing is it in jier ljn ferskynde hânboek *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*. It 'Hânboek fan it Frysk' of koarter it 'Frysk Hânboek' soe - sa wie it úsprutsen doel - in ein meisje oan it muorreblomkebestean fan de frisisysk yn it fermidden fan 'e besibbe filologen.<sup>1</sup> Mar wy rûnen dêrby uteraard it gefaar dat it muorreblomke no as in jiskepûster út 'e bus komme soe of alteast komme koe. Foar in part sil dat ek wol it gefal wêze, mar dat wie eins ek net oars te ferwachtsjen, sjoen it feit dat de frisisysk in frij jonge discipline is en mar oer in navenant lys tal beoeleners beskikt. Dêr is de lêste tsien-tweintich jier wol wat feroaring yn kommen, in feroaring dy't lykwols hast allinne mar bestiet út it tanimmen fan it tal wurkplakken by de taalkundige en leksikografyske stêf fan de Fryske Akademy. Dêrnjonken leveret it oanwinnend tal projektplakken foar frisisysk ûndersik in wichtige bydrage net allinnich ta it kweken fan nachwuchs mar ek ta de ûntjouwing en fernijing fan it fak. Dy foarútgong yn de frisisysk wurdt troch it 'Hânboek' wjerspegele en oant ta in hichte ek troch de omfang en ynhâld fan de rige *Philologia Frisica*.

In wichtige funksje fan it hânboek is it opmeitsjen fan de balâns fan it fak, in 'Bestandsaufnahme' of 'state of the art'.<sup>2</sup> Myn lêzing rjochtet him op in

<sup>1</sup> Ferl. Munské 1979, 1995 en 2001

<sup>2</sup> Likernôch tweintich jier ljn hat Thomas Markey it op eigen manneboet besocht mei it boek *Frisian*, diel 13 fan de Mouton-rige *Trends in Linguistics. State-of-the-Art Reports*, The Hague/Paris/New York 1981. In skeakel tusken Markey en oare hjar net te neammen oersjoggen oan 'e iene kant en it 'Hânboek' oan 'e oare kant foarmet *In Situênis fan 'e Fryske taalkunde* ûnder redaksje fan Anne Dykstra en Rolf H. Bremmer Jr, Fryske Akademy, Ljouwert 1999; de sechsfjin artikels, dy't út in oar perspektyf wei skreaun binne, folje it 'Hânboek' gauris oan.

aspekt fan it histoarysk wurdûndersiik, ynearsten de Hollânske ynfloed op de Westerlauwersk-Fryske wurdskat (de wijdweidige taheakke by paragraaf 2 wol dêr in globaal byld fan jaan). Dêrmei anneks is út soarte it ôfliedkundich of etymologysk ûndersiik. Ik rin alderearst de oanbelangjende hânboek-artikels bylâns om te sjen wat dy oer it ûnderwerp te sizzen hawwe en doch dêrnei inkelde ûndersiikstútelten. By einbeslút jou ik noch omtinken oan dialektologysk ûndersiik.

## 2 De Hollânske ynfloed op c.q. oanpart yn it Fryske leksikon

### 2.1 Wat drage de oanbelangjende hânboekartikels ta it tema by?

Yn artikel 15 ‘West Frisian in Language Contact’ behannelet Pieter Breuker allinnich mar de hjoeddeiske Hollânske ynterferinsje, it saneamde ‘Min Frysk’. Dat is net allinnich it (of in) spesjalisme fan de auteur, mar ommers ek it sintrale fraachstik fan de Fryske taalsoarch en it Frysk ûnderwiis. As ik it goed sjoch, behannelet Breuker hjir net de oanfolling foar nije begripen troch Hollânske wurden, dat wol sizze de lienwurden en de lienoersettingen.<sup>3</sup>

Dat lêste docht Anne Dykstra, hoewol’t tige summier, wol yn artikel 18 ‘Lexicology of Modern West Frisian’, paragraaf 4 ‘Elaboration of the Frisian Vocabulary’. Yn paragraaf 2.2 ‘Loanwords’ behannelet er inkelde mar frijmdtalige lienwurden en seit dêrby planút: “I shall not discuss influences of Dutch.” Yn paragraaf 2.2.4 ‘Etymology’ ferwiist Dykstra nei Spenters dissertaasje oer it Skiermûntseagers (1968), fierders nei in lêzing fan Klaas van der Veen oer in etymologysk wurdboek fan it Westerlauwersk Frysk (Van der Veen 1993).<sup>4</sup>

Yn artikel 70 ‘Mittelfriesische Sprache und Literatur’ hat Tony Feistma it net oer it leksikon, dus ek net oer lienwurden en lienoersettingen, byg. by Gysbert Japicx. Pieter Breuker behannelet yn artikel 71 ‘The Development of Standard West Frisian’ ek de Midfryske perioade mei gâns foar ús tematyk relevante literatuer. Yn dat ferbân moat fansels ek it sammelwurk

<sup>3</sup> Oer de leksikale útbou fan it Noardfrysk sj. Århammar 1988 en 2001, s. 321-324 (< Leechdútsk) en s. 336-341 (< Heechdútsk).

<sup>4</sup> Mei it troch Van der Veen ústelde opset fan sa’n ôfliedkundich wurdboek kin ik it wol fierhinne lykfime. Yn 5.2. ‘Macrostructure’ (s. 150f.) wol er lykwols hawwe dat komposita en ôfjiedingen allinnich dan opnommen wurde sille, as se in morfeem befetsje dat net as simpleks foarkomt. It sil wol út myn betooch dúdlik wêze c.q. dúdlik wurde dat ik it mei sa’n restriksje net iens wêze kin; op syn minst soe der yn foarkommende gefallen op wiisd wurde moatte dat it om lienoersettingen nei Hollânsk foarbyld te rêden is (foar foarbylden sj. Taheakke I/II, 2).

‘Negen eeuwen Friesland – Holland. Geschiedenis van een haat-liefdeverhouding’ (Ph. H. Breuker en A. Janse 1997) neamd wurde.<sup>5</sup>

Wat it Aldfrysk oanbelanget leveret artikel 62 ‘Wortbildung des Altfrieschen’ fan haadredakteur Horst H. Munske in beskate bydrage ta ús problematyk: yn paragraaf 7 ‘Ausblick’ hat er it oer de “Verdrängung genuiner Wortbildung durch Entlehnung und das Produktivwerden von Lehnwortbildungsmustern” en komt ta it folgjende sosjolingwistysk motiivarre, mar nochal behâldende oardiel: “unzählige Entlehnungen in spätaltfrieschen Texten bekunden die Auszehrung eigenständiger Wortbildung, wie sie heute für die meisten Dialekte unter dem Dach der Standardsprachen charakteristisch ist.” – Artikel 63 ‘Lexicology of Old Frisian’ fan Dirk Boutkan silger befellet wol in paragraaf ‘Loan Words’ (4.2), mar oer Hollânske en Leechdútske lienwurden kriemt er nochal koart: “The other important donor languages were LG (...) and MDu. (...)”. These languages also served as an intermediate for the transmission of loan words from yet another language, ...<sup>6</sup>

Artikel 36 oer it Sealtersk en artikel 37 oer it Wangereachsk fan Marron Fort resp. Arien Versloot – dêr wiis ik hjir mar efkes op – befetsje neat of hast neat oer Leechdútske en Hollânske lienwurden,<sup>7</sup> en nammers ek net oer Heechdútske.

## 2.2 *Binne der oarsaken oan te wizen foar it naventant lytse omtinken foar de Hollânske lienwurden?*

As de ûnder 2.1 besprutsen hânboekhaadstikken al least representatyf binne, docht him de frage foar: Wat binne de oarsaken foar it tekoart oan omtinken foar de Hollânske lienwurden en lienoersetungen yn it Westerlauwersk Frysk?<sup>8</sup> Ik soe twa redenen betinke kinne, dy’t inoar faaks fuortsterke hawwe. Yn it foarste plak in ynhâldlik-praktysken ien: It lienwurdûndersniik is in hiel kerwei en sûnder goed ynsjoch yn de Fryske lútskiednis net (goed) te dwaan; en op dat mêd binne der noch althren gâns tûkelreammen en problemen, dy’t oplost wurde moatte.<sup>9</sup> In twadde reden soe woltris ideologysk

<sup>5</sup> De titel soe in graddlik motto foar de folgjende paragraaf wêze kinne!

<sup>6</sup> Ferl. hjitroer Arhammar 1984b, s. 931 (2002, s. 3301).

<sup>7</sup> Ferl. hjitroer Spenter 1983, s. 774f; en Århammar 1984b, s. 931-933 (2002, s. 3301-3306).

<sup>8</sup> Foar de Hollânske lienwurden yn it Eliâns- en Hallig-Noardfrysk sj. Århammar 2001, s. 332-334.

<sup>9</sup> Wichich binne hjitfoar de twa monografyen fan Gosses (1928) en dy syn learling Boersma (1939). Fierders de dissertaasje oer it Mitselwitersters fan Kloosterman (1907), learling fan de bekende jonggrammatikus Van Helten; op grûn fan lúdkritearia koe Kloosterman 33 Hollânske lienwurden (yn myn terminology “fienlûdingen” < dt. Lehnlautungen) fêststelle, dêrfan 9 dialektyske, dus net

kondisjonearre wêze kinne. It sil ommers net botte attraktyf wêze foar fristen, dy't fryksinnich en gauris ek yn de Fryske taalstriid aktyf binne, om de tradisjonele Fryske wurdfoarrie op Hollânske ynslûpsels yn soarten te hifkjen. Under krityske wittenskiplju is men it der ommers sa stadichoan wol oer iens dat de wittenskiptsbeoefening – benammen yn de geasteswittenskipten – lang net sa weardefrij is as de measten fan ús wol fan betinken west hawwe en guodden faaks noch binne.<sup>10</sup>

Sa falt it bygelyks foar in tûke ûndersiker as Wybren Jan Buma – grif de Frysk-nasjonale kant it neist – skynber net ta om de Hollânske bemiddeling fan al dy frjemde wurden mei de begjinletter *a* yn syn 'Priuwke fan in Frysk Olliedkundich Wurdboek' (1969) ta en oan te jaan. Ik haw allinnich de folgjende gefallen fine kinnen, dêr't er it Hollânsk as bemiddeler neamt: *abonrié*, *advys*, *advertearje* en dan ek *adeldom*. Meastal hjit it dêr: "komt krektlik as nnl., nhd. ensfh. *album* fan lat. *album* 'wyt oanslachboerd'" of s.v. *argyf* "is yn it Frysk in jong lienwurld, dat krektlyk as nnl. *archieff*, nhd. *Archiv* ... oer lat. *archivum* tobekgiel op gr. *archeion* 'riedhûs'" en al sa mear. Dat it *Wurdboek fan de Fryske taal (WFT)* it op dit stik sitte lit, sil – sjoen it feit dat de etymology yn dit oars o sa deeglike en yndrukwekkende wurk oan 'e krapperein komt– nimmen nij dwaan. Hjir wurde nammers allinnich mar de frij resinte lienwurden en lienfoarmen, de saneamde hollan-nismen, troch in H oantsjut, wylst de âldere, al lang yntegrearre Hollânske lienwurden gjin bysûndere markearring krije, en by de saneamde frjemde wurden wurdt allinnich mar de oarsprongstaal, byg. Gr., Lat., Fr. oanjûn.<sup>11</sup> Dat de lienwurden fan net-Nederlânsk komôf oer it generaal fia Hollânske bemiddeling yn it Frysk kommen binne, sil wol nimmen yn 'e kiif sette wol-

---

Standertfryske lûdfoarmen. It foar ús fraachstik wichtichste wurk is Spenters dijpdoellende lûdskiednis fan it Skiermûntseagersk (1968); dêr is de hiele Skiermûntseager en dus foar in grut part ek de Standertfryske wurdskat etymologysk yn ferwurke, mei foarsafler mooglik skieding fan erf- en lienwurden. In selsamich hifkjend oersjoch fan de Westerlauwersk Fryske lûdskiednis jout Jarich Hoekstra yn artikel 72 fan it 'Hânboek'.

<sup>10</sup>

Ferl. bygelyks Klaus von See, Politisch-soziale Interessen in der Sprachgeschichtsforschung (1984).

<sup>11</sup>

Oer de Latynske lienwurden yn it Aldfrysk sj. no K. Dekker 2000, dy't Boutkan 2001, s. 650f. net mear oanhelje koe.

le,<sup>12</sup> alteast ynsofar't it om wurden giet dy't yn it tiidrek fan de Nederlânsk/Hollânsk-Fryske diglossy, d.w.s. sûnt de Iere Midsieuwen ûntliend waarden. Dy hold ommers yn dat alle hegere domeinen troch it Hollânsk beset wiene: de politike ynstitusjes, ynkluysyf justysje, godstsjinst (dêrby kaam de Steateferfating út soarte in bysûnder grutte betsjutting ta), wittenskip en ûnderwiis, literatuer en kultuer yn syn wiidste omfjeming, medisinen, ekonomy en sakelbber, hantwurk en technyk, skipfeart en ferkear, de moderne lânbou en neam mar op.

Al mei al kin ik der op himsels wol begryp foar ha dat de motivaasje by myn Fryske kollega-frisisten foar ûndersink nei de leksikale ynfloed fan it Hollânsk op it Frysk net botte grut is. Mar der ha ek wolris oare lûden te fer-nimmen west fan tûke en kwa fryksinnigens ûnfertochte frisisten en taalju. Sa skriuwt de nestor fan de nijere Nederlânske frisisyk Piter Sipma yn syn boekje *Ta It Frysk II* (1948) yn it haadstik oer wurdûntliening: “De stúdzje fan de wurdoernimming heart mei ta it oantreklikste út 'e taalkunde.” En spesjaal ta it niiskrekt oansniene fraachstik: “Hwat it Frysk oangiet, binne in great tal friemde wurden oernommen troch bemiddeling fan it Nederlânsk.” – It besteklikste wat ik oer de Hollânske lienwurdkwestje fin haw, stiet te lêzen yn Douwe Tamminga syn kranteartikelsamling *Op 'e taelhelling* (1963/1973), benammen yn de stikken ‘Ynboargere fjemdlingen’, ‘O, dy koeútjongsont’, ‘Hollandofoby’ en ‘Geholbrek en geharsenskrab’.<sup>13</sup> Tamminga syn positive ynstelling foar lienwurden en lienoersettingen oer foar de útbou en it by de tiid hâlden fan minderheidstalen lykas it Frysk kin ik my folstein by oanslute – sa't nammers ek nei te lêzen is yn myn stúdzje oer de leksikale útbou fan it Noardfrysk troch de tiden hinne (1988).<sup>14</sup>

### 2.3 *Alde en nije projekten*

Yn myn lêste Grinzer jierren hie ik in ûndersyksprojekt op priemmen set oer de opspjalting fan minderheidstalen ûnder ynfloed fan ferskillende oer-

<sup>12</sup> Dat sil grif ek foar Dútske lienwurden jilde. In goed foarbyld is *gewisse* (conscientia), dat fûa it âldere nl. *ghewisse* as godstsjinstich wurd yn it Frysk kaam (de oantsjutting ‘Etym. → N. *geweten*, D. *Gewissen*’) yn it WFT jout wol op it earste gesicht wat betizing, mar is fêst allinnich mar bedoeld as ferwizing nei de Nederlânske en Dútske etymologyske wurdboeken). Dat âldere lienwurden, dy't letter yn de jowerstaal weiwurden binne, yn it Frysk bewarre of konservearre wurde, is yn it Noardfrysk in bekende figuer; allinnich leit it lân der hjir wat oars hinne: nei it oergean fan de funksje fan standerttaal fan de jowerstaal Middelêdske ynfloed op it Heechdútsk kaam it Leechdútsk ûnder hieltyd sterkere Heechdútske ynfloed te stean (ferl. mldt. *kosr* ‘brulloft’ > helg. *kos/fêstil*-nfr. *koost* en letter ldt. *Hoch-tied* < hdú. *Hochzeit*; foar oare foarbylden sj. Áthannar 2001, s. 325).

<sup>13</sup> D. A. Tamminga 1963 en 1973. De fjouwer oanhelle artikels steane yn diel I as nû. 9-11 (s. 19-26) en nû. 85 (s. 230-232).

<sup>14</sup> Hjir (s. 688, fn. 2) ek in oannin oer de leksikale útbou fan it Westerlauwersk Frysk mei literatuer. Ferl. fierders Áthannar 1999, s. 8ff. en 2001, s. 335f.

koepeljende talen, yn dit konkrete gefal de leksikale differinsjearring fan it Westerlauwersk Frysk, de Eastfryske en de Noardfryske dialekten troch de lienyfloed fan it Hollânsk, it Leech- c.q. Heechdútsk en it Deensk. It projekt lei yn it ferlingde fan myn etymologysk-onomasiologyske bewurking fan it Fryske wurdmateriaal foar de *Atlas Linguarum Europae (ALE)*<sup>15</sup> en ek fan in earder útstel ta in Frysk supplement op Buck's *Dictionary of Selected Synonyms in the Principal Indo-European Languages*.<sup>16</sup>

Dat de bewurking fan dy beide projekten ek gâns foar de hjir besprutsen problematyk opsmite kin, leit yn 'e reden en hat ek bliken dien út myn artikels oer de ALE-fragen 'ljurk', 'moandei' en 'tsjil'.<sup>17</sup> Yn ferbân mei in mooglike realisearring fan it Buck-projekt en benammen ek oer it ôfmeitsjen fan it Fryske part fan it ALE-projekt<sup>18</sup> soe wolris oerlis komme meie.

Noch in oar útstel soe ik yn dit ferbân lansearje wolle: it bewurkjen fan in kontrastive wurdlist Hollânsk – Frysk, dus it tsjinstelde fan it hjir behannele ûnderwerp en ek fan praktysk nut foar taalsoarch en ûnderwiis. Sa 'n wurdlist soe ôfwikende wurdparen befetsje moatte lykas *aanmoedigen/-sporen* : *oantrune*, *beperken* : *beheine*, *bewind* : *bewâld*, *hoofd* : *holle*, *meisje* : *famke*, *mislukken* : *mistearje*, *moe* : *wurch*, *ontwikkeling* : *ûntjouwing*, *sleutel* : *kaai*, *tijdperk* : *tiidrek*, *vergissing* : *fersin*, *vrouw(en)* : *tearte*.<sup>19</sup>

Mar it soe grif net wei wêze om dêrnjonken ek in list fan Hollânsk-Fryske (lykbetsjuttende semy-)homonimen op te stellen. Dêrby soe it in goed ding wêze om noch aluten besteande staveringsferskillen lykas holl. *-ig* : fr. *-ich* te ferwaartearzjen, mar faaks ek systematyske lytsere fonetysk-grafyske en morfologyske ferskillen, byg. *illustreren* : *yllustrearje*, *verzeker(en)* : *fersekerje*. Sa 'n mei de kompjûter oanrette list strykt dan wer hielendal mei it hjir presintearre desideratum fan ûndersyk nei Hollânske lienwurden en lienoersettingen yn it Westerlauwersk Frysk. Mei it each op dy doelstelling

<sup>15</sup> De leksikale fragelist befettet 546 begripen, dy't yn fiif Westerlauwerske dialekten, yn it Sealtersk en yn fjouwer Noardfryske dialekten ôffrage waarden (ferl. Arhammar 1984a, s. 147).

<sup>16</sup> Sj. Arhammar 1972/73. Yn Buck's monumintale wurk binne de wurden fan 1450 (yn *Us Wurk* troch printflater 1150!) begripen yn 31 talen en taalstadia etymologysk-onomasiologysk bewurke. It (Ald)Frysk ûntbrekt dêryn likegoed as it Aldsaksysk en it (Middel)Leechdútsk en it Ald- en Middelnedderlânsk. Sj. Arhammar 1984a, 1986 en 1969.

<sup>18</sup> De bânopnammen en ynfolle fragelisten mei it foar in part bewurke Fryske wurdmateriaal lizze by de sprekker. Oant no ta binne fan de ALE fiif kaarten mei kommentaarboeken ferskynd, wylst diel 6 en 7 yn de printfase respektivelik tarieding binne. Spûtgernôch liket dit grutte ynternasjonale projekt al sûnt jierren yn in perioade fan stagnaasje te ferkearen, mar dat is op himsels gjin reden om net mei de bewurking fan it Fryske materiaal troch te gean en dêr in aparte publikaasje mei etymologysk kommentaar fan te meitsjen. Ferl. hjiroer ek Arhammar 2003, s. 23f.

<sup>19</sup> Bij de prefikscomposita soe wolris 'distancing' in rol spylje kinne, want dêr kin bêst dy iene of oare lienoersetting út it Hollânsk tusken ferskûle sitte (ferl. mnl. *versinninge*, *vergissing*).



soe it – faaks yn in lettere faze – sûnder mis de baas wêze om de beheining ta (semy-)homonimen falle te litten en ek alle lykoprinnende komposita en ôffiedingen op te nimmen, dus byg. *amhalen* : *amhelje*, *boodschap* : *boodskip*.

### 3 De Fryske substraat- en lienwurden yn de oanswettende Hollânske en Nedersaksyske dialekten

Ferliket men de hânboekartikels 16 ‘stadtriesisch und andere nichtfriesische Dialekte der Provinz Fryslân’ en (benammen) 17 ‘Frisian Relics in the Dutch Dialects’<sup>20</sup> mei harren East- en Noardfryske tsjinhingers 39 en 31 (3-2), dan is de ûngelikens yn it ôfflizzen fan ferantwurdling oer de substraat- en lienwurdskat tige opfallend. Alleast foar in grut part sil dat, benammen wat artikel 17 oangiet, in wjerspegeling fan de stân fan ûndersyk wêze – hjir leit dus yn earste ynstânsje in dúdlike taak foar de Nederlânske fristen<sup>21</sup> –, mar út soarte ek fan de oerhearskjende ûndersyksynteresse foar de (morfo-) syntaksis binnen de nijere neerlandistyk en dermei aneaks ek de frisisyk.

By dit ûndersink soe der omtinken jûn wurde moatte oan it prinsipiële ferskil tusken âlde (midsieuske) Fryske lienwurden en substraatwurden oan ‘e iene kant en tusken Fryske substraat- en ek jongere (adstraat)lienwurden oan ‘e oare kant. Wylst substraatwurden de taalwiskseling, yn dit gefal fan Frysk nei Hollânsk c.g. Nedersaksysk, by wize fan sprekken oerlibbe hawwe, binne de lienwurden al foar respektivelik pas nei de taalwiskseling yn de oare taal oergien. In mooglik foarbyld foar in midsieusk lienwurd is de nei alle gedachten oarspronklik Fryske ûngeldersterm *holl. zwelen*, ldd. *swelen*, dy’t dan al foar de holl./ldú. lddoergong *i > ē* yn iepen

<sup>20</sup> As de foar dizze artikels ferantwurdlike redakteur hie ik mei de beide auteurs, Cor van Bree en Eric Hoeksma, in noflikke en fruchtbere skriftlike kommunikaasje.

<sup>21</sup> Yn de troch de redakteur mei inkeld tielts oanfolle bibliografy by artikel 17 ûntbrekt sputigemôch A. Weijnen syn artikel ‘Fries in Holland’ (yn: *Miscellanea Frisica*, Assen 1984, s. 97–102). – Om mar twa foarbylden te jaan: Yn ten fan de boppereamde oanfollingen, t.w. J. de Vries Az. syn amper bekend boekje *Wesfriese Woorden* (Nieuwe Niedorp, 1910), tilt it op fan Fryske substraat- en adstraat-?)wurden. Itselde hâldt ek – en grif net minder – foar A.G. Oud syn mûske *Woa’deboek fan in Ameland’s* (Fryske Akademy nr. 673, 1987). In flechtige sneuptocht troch it lêstneamde smiet de folgjende foarbylden op: *ark. boedel/buand boeise, bôl(ke), buus, daai, daate, dabbe, dâng, el(a)mel, eker, fieter, giesel(e), glet, gliop, grêde, greuw/grieuw, grîe, grîeme, groed(e), grôm, hânw, hêit, hei, hene, jiem, iel (ti), jaar (uier), jarre, jinne, jif (ti), kaai (sleutel sil wol it gewane wurd wêze, mar ûntbrekt yn it wurdboek), knibbel, kreas, krieme, krôb, lienech, loân (de), mêd, meech/-î-, miede, mim, noéd, oere (oever), peie, piële, poede, pörre (garraad), reed, reuw, rier, riele, seen, stel, skiem(e), stiek, stiekel, sweed, teart(e), tiek, tieling, tjalnh/-e-, tjeel (grif ferâld, nêst wiêl?), tjerk/-i-, tjeéd, tjoen(e)-ster, toa, tloae’ d, toel, touwe, triem, wiedere, wîzing, woar; yn it wurdboek ûntbrekt jêrke (ferl. TONAG kaart 8).*

wurdliid troch de oanswettende Hollânske en Nedersaksyske dialekten oernommen waard om dêrnei aardich fierder te wreidzjen.<sup>22</sup>

De Fryske substraatwurdskat fan it Grinslânsk is noch net yngeand ûndersocht en dat jildt ek foar de Leechdútske c.q. Nedersaksyske leksikale ynfloed op it Westerlauwersk Frysk.<sup>23</sup> By spesifike leksikale oerienkomsten tusken it Grinslânsk en it Westerlauwersk Frysk – en dy binne der ommers by de rûs – hie men gauris de oanstriid om sokke wurden óf foar relikten út it Fryske substraat óf – benammen yn it Westerkertier – foar jongere Fryske ymport oan te sjen. Dat sil foar it meastepart grif ek it gefal wêze, mar der binne goede redenen om ek mei ûntlïening yn de omkearde rjochting rekken te hâlden. Min of mear wisse foarbylden binne *mot*, *sûch*‘ (Skiermûntseach en Wâlden), *bouman(tsje)*, *protter*, *maaitiid* en de Skiermûntseagerske lienoersetting *mids-/meswyk*.<sup>24</sup> Nedersaksyske liendlûdingen, foar in grut part al

<sup>22</sup> Sj. Århammar 2001, s. 329 oer it fraachstik ‘lijenwurd’ vs. ‘substraatwurd’ en foar de sprieding en etymology fan âfr. *switia* (E 2/3: *swilath*, yn de mldt. *ferzy swelt*) it dêr oanhelle artikel fan Ernst Löffstedt. Dy troch Löffstedt opstelde etymology – in ôfheding fan it wgerm. haadwurd “Schwiele” mei de nei alle gedachten oarspronklik spesifyk Fryske betsjuttingsoerdraging – hat gjin yngong yn de etnologyske wurdboeken fûn. Blykber ûnôfhinklik fan Löffstedt kaam ek Felix Wortmann ta deselde etnologyske konklúzje yn it artikel ‘schwelen, heuen’ (*Niederdeutsches Wort* 2, 1961, s. 17–21). Wortmann noch Löffstedt ferûnderstelle nammers dat de ûngetiderstermen *swil* en *switia* op it Frysk taalgebied ûntstien binne. Dat docht Löffstedt (*Niederdeutsche Mitteilungen* 19/21, 1963/65, s. 295) wol foar in oar haaierswurd, t.w. *wirdze*, dat bûten it Fryske dialektgebiet yn Noardhollân, Gelderlân, Drinte, Grinslân en Eastfryslân foarkomt (ferl. ek *TONAG* kaart 11). Wat *z/swelen* betrefte kinne wy it faaks ek better net oer wurdûntlïening hawwe, mar oer gewoane diffúzje binnen it midsieuske dialektkontinuum yn Nederlân en NW-Dútslân, grif útgeand fan in Frysk ynnovaasjeintrum. In oar wurd op it mêd fan de weideterminology hat mei syn Frysk fokalisme ekspansyf west, t.w. *greide*: nêst it reliktoarkommen yn Noard-Hollân (*gried/land*), Grinslân (*graidel-ei*-) en Eastfryslân (*grede*) fine wy *gre(ide)* yn Drinte en yn âldere tiden ek yn Drithmarschen (al yn 1384 yn in oarkonde as *Ghreet* oerlevere, ferl. it troch Århammar 2001, s. 328 oanhelle artikel fan Dietrich Hofmann; dêr ek oer *scharml-ie*, ‘Kuhmist’ < âfr. *skerm* mei ‘Tonerhöhung’, dat oer hiel Dithmarschen wreide, en ek oer de ekspânsje fan it Fryske pronomen *jim/i-i*- yn Noarderdithmarschen en oare omkrinten fan it Noardfryske taalgebiet). Einlings wiis ik op nl. *gier*, jarre‘ (âfr. jere) dat kwa útwreiding oerienkomsten mei *zwelen* sjen lit (ferl. J. de Vries, *NEW* s. 206). By de diffúzje bûten de oarspronklik Fryske gebieten ûndergie it yn it suden en westen lûds substituasje *j- > g-*; yn Grinslân en Eastfryslân is *jier(e)*, *ier* as in Frysk relikte te beskôgjen (ferl. Spenter 1983, s. 769f. en Scheuermann 2001, s. 445).

<sup>23</sup> Ferl. Spenter 1983, s. 766. – Op it Leechedútsk Filologiekongres yn Emden (2001) hold Jarich Hoekstra in lêzing ‘Zur niederdeutschen Sprachschicht im Westfriesischen’ (sj. de gearfetting yn it *Korrespondenzblatt des Vereins für niederdeutsche Sprachforschung* 108, 2001, s. 29–30). Oer lijenwurden liket er it nammers amper hân te hawwen.

<sup>24</sup> Foar de sterke Grinslanner ynfloed op it Skiermûntseagersk sj. Spenters monografy (1968), passim

yn de Aldfryske boarnen attestearre, binne fâst, hûd, reid,<sup>25</sup> *spegel* en it telwurd *sân*.<sup>26</sup> *geef*, mei *g-* ynpleats fan *j-*, sil wol earder in Siedske ynterferinsje wêze. Mooglik troch it Aldsaksysk of it Middelleechdútsk bemiiddelelien wurde binne *sipel* en *rêd* (mei lûdsubstitúsje *a > e*). Ek *broggelbrochje* mei lûdsubstitúsje < *brügge* ‚brêge‘ soe wolris earder út it easten/suden wei Fryslân bûmenkommen wêze kinne.<sup>27</sup>

#### 4 Dialektologysk ûndersûk

Ut it hânboekartikel 13 ‘West Frisian Dialectology and Dialects’ fan Klaas van der Veen silger docht bliken dat der op dat mêd in ryk ferskaat oan ûndersikstaken lei. Spjutgermôch is it de universitêre frisisysk yn de lêste de-sennia net slagge om dialektologysk ûndersik fan belang op priemmen te setten, en dy krityk soe ik my as dialektolooch grif it measte oanlûke moatte. It hie yn de reden lein – en dat docht it noch altien – om yn ‘e mande mei de taalkundige kollega’s fan neerlandistyk – en yn Grins ek Nedersaksysk – Fryske studinten foar sok ûndersik te winnen. Yn myn Grinzer tiid hie ik wolris oerlis mei in doktoraalstudint neerlandistyk dy’t – as it my goed heucht – fan plan wie om in dissertaasje oer in Wâlddialekt te skriuwen. Yn ferbân mei it projekt ‘Fonology en morfology fan ‘Fryske’ dialekten op basis fan fjildwurk’ hat er letter in skoft oan de Fryske Akademy ferbûn west.<sup>28</sup> Oer it algemien kin sein wurde dat de Fryske Akademy – útgeand fan it Dialektologysk Wurkferbân – noed sienen hat foar gâns ûndersik op it mêd fan de Fryske dialektology. Benammen Klaas van der Veen hat nêst syn swiere taak as einredakteur fan it WFT hiel wat wurk ferset,<sup>29</sup> en op dit kongres hâldt ommers Akademy-meiwurker Arjen Versloot oan ‘e hân fan de ferskewing fan isoglossen in lêzing oer ‘Dynamyske dialekten’.

In tiige gaadlik promoasje-ûndersik soe bye: it Noardeasthoeksk dialekt fan Mitselwier en omkriten wêze. Dêr soe it wurdmateriaal fan Kloosterman

<sup>25</sup> Ferl. Århammar 1984b, s. 931: Handels-/Marktwortl Boersma 1939, s. 101 nimt tsjinroer Van Helten yntern Fryske ûntjouwing \*(h)riêd > \*(h)rêd > *reid* oan, mar hêdt dêby gjin rekken mei it feit dat de Eastfryske en alteast de Noardfryske foar-men allinnich mar op mldû. *reid* weromgean kinne.  
<sup>26</sup> Awfr. *saven/-o-* mei lûdsubstitúsje < mldû. *söven* ferl. û. o. Spenter 1968, s. 310); deselde lûdsubstitúsje yn *koken*. ferl. oark. 1489 *in dae kokena* (Spenter 1968, 334, dy’t hjir trouwens net oer lûdsubstitúsje rept!).  
<sup>27</sup> Ferl. W. Foerste 1958, 78f.: “Die nördlicheren Mundarten in Drenthe, Bentheim, Groningen, Ostfriesland und Oldenburg haben dagegen das ältere, offenbar zunächst scherzhafte Synonym *brügge*, das ehemals von Flandern bis Köln und Bremen reichte, im allgemeinen bewahrt.”

<sup>28</sup> Sj. Durk H. Veenstra 1989.

<sup>29</sup> Sj. Van der Veen syn lêzing op it Frysk Filologekongres 1984 en it Beaken-artikel 1994.

syn dissertaasje (1907)<sup>30</sup> en de *Dialectatas van Friesland (RND 15, 1955)* mei neffens goede kritearia útsochte ynformanten fan de trije no libjende generaasjes ôffrege wurde moatte om sa de taalferoaringsen fêststelle en yn in grutter ferbân pleatse te kinnen. Ditsoarte pleatslik djipte-ûndersik soe dêrnei ek yn oare dialektgebieten folgje moatte. Sa't al sein is, soe sok pro-moasje-ûndersik benammen ek foar Fryske neerlandisten – en fansels ek foar oankommende fristen – wolris gaadlik en oantreklik wêze kinne.

---

<sup>30</sup> Ein fan de jierren 70 hat Saakje van Dellen op it Frysk Ynstitút in stinsele list Fr.-NI. fan de troch Kloosterman behannele wurden makke. De list is by de spreker en grif ek op it Frysk Ynstitút RUG te krijen.

## Tahekke by haadstik 2

Yn dizze tahekke wol ik in globale yndruk jaan fan aard en omlang fan it Hollânske oampart yn it leksikon fan it Westerlauwersk Frysk. Foar dat doel haw ik tenearsten in repräsentative moderne roman lêzen en *en passant* mooglike foarbylden oanskrast, om dy dêrnei hifkjend te eksepearjen en yn wurdskriften te systematisearjen. As haadseleksjekritearium tsjinne it nochal grouwe kontrastive filter Nederlânsk : Dútsk.<sup>1</sup> Ufsocht waarden dus sokke wurden dy't as sadanich of kwa (wurd)foarm(ing) en/of betsjutting fan harren Heechdútske benamingsekwivalinten ôfwike<sup>2</sup> – nammers mei út-sûndering fan útdrukkingen mei parallellen yn it Leechdútsk en it East- en Noardfrysk, foarsafer't it (ek) hjir net om Hollânske lienwurden en lien-betsjuttingen giet.<sup>3</sup> Dêrnêst kamen út soarte ek de gewoane kritearia ta it fêststellen fan lienwurden fan pas, t.w. wurdgeografyske, morfologyske, lûdhistoaryske en semantyske; foar de lêstnamde sj. ek 'liendlûdingen' (II, 1.2.2) en 'liembetsjuttingen' (I, 1.2.2 en II, 1.2.3).

Om in breder oersjoch jaan te kinnen fan min of mear wierskynlike Hollânske of troch it Hollânsk bennidele lienwurden en liembetsjuttingen (ek troch it Hollânsk stipe wurden), haw ik gebûk makke fan de folgjende wurken: it *Frysk Wurdboek* diel 1 en 2 (ik ha allinnich mar de prefikskomposita systematysk troch west). G. Meerburg syn *Wurdboek Midfrysk* (= Wl. Frysk) – *Noardfrysk* (1951), P. Kramer syn *Wurdlist Frysk – Sealterisk* (1964) en it ALE-materiaal (sj. boppe ûnder 2.3).

De wurdkorpora I en II binne addityf en komplemintêr, folje inoar dus oan. De tapaste opset giet út soarte mank mei it praktyske beswier foar de brûker dat er yn twa ûnderskate korpora neislaan moat. Mar dêrfoarcer stiet it foardiel dat korpus I in yndruk jout fan de histoaryske likegoed as fan de produktive Hollânske ynfloed op de Fryske wurdskat, sa't dy him yn in gruttere hjoeddeiske literêre tekst manifestearret. – Foar beide korpora jildt trouwens dat guon lienwurden echt Fryske synonimen hawwe, dy't allinnich mar út en troch yn II, I neamd binne.

In oar beswier betref it gebrek oan gronologyske differinsjaasje; yn de measte wurdrigen steane ommers midsieuske, Midfryske en nijere en nijste transferinsjes – typ en grien dus – nêst- en trochinoar, mar it koe hjir fansels net oars. Yn it ramt fan in yngeand ûndersyk moat ek de earste (= âldste)

---

1 Yn dit ferbân – en nammers ek by 't skriuwen fan dit artikel! – oppenearre him jit in oar desideratum (ferl. boppe ûnder 2.3), t.w. in Frysk-Dútsk en Dútsk-Frysk Wurdboek.

2 Foar wurden fan friemd komôf en ynternasjonalismen (t/II, 1.1) is dizze resertriksje eins oerstallich, alleast foarsafer't it om wurden giet dy't yn it tiidrek fan de Nl./Holl.-Fr. diglossy it Frysk binnenkommen binne (ferl. boppe ûnder 2.2, ein fan de middenalinea).

3 Ferl. W. Foerste 1938, G. de Smet 1983 en Århammar 2001, s. 332ff.

attestaasje fan elk lienwurd fêststeld wurde, en dat wie benammen foar de Midfryske perioade oant no ta in hiel kerwei.<sup>4</sup>

Netjinsjinsteande de neamde tekoarten hoopje ik dat dit earste gruttere oersjoch fan it Hollânske oanpart oan en ynfloed op it leksikon fan it Westerlauwersk Frysk fertuten docht en in oanset en oantrún wêze sil ta ferdjippe ûndersik. En by eintsjebeslút – ik ferwiis nei it boppe ûnder 2.3 neamde eardere Grinzer ûndersyksprojekt – lit it de útkomsten sjen fan de wichtichste krêft dy't de spesifike aard fan it Westerlauwersk-Fryske leksikon yn kontrast mei it East- en it Noardfryske foarme hat.<sup>5</sup>

## **(I) Mooglike Hollânske lienwurden, lienoersettingen en liembetsjuttingen<sup>6</sup>**

ekserpearre út Anne Wadmans roman *Yn Adams harnas* (1968-'69, printe 1982)

### *I Ienfâldige en ôflate wurden (simplisia en derivaten)*

#### *I.1 Wurden fan frijemd komôf en ynternasjonalsmen*

aarts- (aartsfjân), adfertinsje (Fr. Wb. -ver-), adfys (Fr. Wb. -vys), akkoart (a. gean mei), aksje (a. fiere), alloai, alluere, ambulânse, ambysje, arrest (yn a. nimme), artystyk, aspiryntsje, autoriteiten ('Behörden'), baly, benzine, chantaazje/chanteur (Fr. Wb. sj-), definsje (minister fan d.), demokrasy (Fr. Wb. -asy), demonstraasje, departemint, diskusje, dokumentair (Fr. Wb. -êr), dominantys (WFT/Fr. Wb. ø), drugs, eksklus, élan (it!), emoasjes, etlaazje, evenemint, fakânsje, fanatyk, fatsoen/-lik, ferdivedaasje, finansieel (Fr. Wb. -sj-), finânsjes, fisy, flat (Fr. Wb. flet), fleurich, foai, formule, fouillearring (Fr. Wb. füll-), fraude, funksjonaris, garânsje, gids (telefoan-), gok/-ke, griffy/-ier, harnas, ynterrupsje, yntimidaasje, iivoar/-en, jaloersk, justysje, kamp (wurk-), kastiel, kertier, klandestyn, klandizy (Fr. Wb. -yzje), klant, klassyk, klûs ('Safe'), koalysje, koes (jin k. hâlde), kolleezje, kolom ('Säule'), kolonel, kommissaris, kompleet, konklúzje, konsumpsy (Fr. Wb. -je), krante, krisis, kwaliteit, letterlik, lift, ludyk,

<sup>4</sup> Dêr komt no mei de opbou fan de taaldatabank Midfrysk op de Fryske Akademy en it tagonklik meitsjen op it ynternet gelokkich feroaring yn.

<sup>5</sup> Dêrby moat út soarte rekken holden wurde mei in funemintiel ferskil tusken it Westerlauwersk Frysk oan de iene en de beide oare Fryske taaltakken oan de oare kant: allinnich it earstneamde funksjonearret ommers as folsleine kultuertaal, en de dêrfoar nedige leksikale útbou koe maklik syn beslach krije troch syn neie besibbens mei de oerkoepeljende taal, it Hollânsk. Ferl. Århammar 1988, s. 688 en 1999, s. 10f.

<sup>6</sup> Foar 'lienlûdingen' en faaks troch it Hollânsk stipe wurden sj. II: 1.2.2./4.

lûkse, lûsifers, marimier, martelinge, marzje, melataatsk, meubilaair (Fr. Wb. -*er*), *maissy*, miter, mitrailleur, moasje, molestearte, naasje, notulearte, notulen/-it, opiny, opposysje, optimismisme, paleis, partikulier, pas (adv.), patizeren, patroan ('Muster'), paus, personiel, plantsoen, plein, pleierter (straf-), plezier/-ich (ûn-), poaryen (Fr. Wb. poaries), politikus/-tisy, polityse, portefeuille, portier (it), prakkesearje, premier, pretinsjes, priveedomain, prosechwere, publyk (adj.), race, realisearje (jin r.), realiteit, regear, rektéasje, relaas, relaasje, reputaasje, resepsy (Fr. Wb. -sje), ridikûl, rivier, rojal, rots, salaris, seizoen, sekretaresse, sêre, sfear, situaasje, skoarse (Fr. Wb. ø), sober, somber, stengun, stile (doar-), stramyn, suggesty/-je, superieur, tafrieltsje, tapyt ('Teppich'), teneur, terreur, toaniel, tram, tr-eierje, uny.

## 1.2 Ynlânske wurden

### 1.2.1 Gewoone lienwurden

aardichheid, amthet, ballingskip, botse/-ing, buert, deftich, deskundigen, donker, digemint, dúdlik, dus, efkes, erfenis, eventsjes, fak, feilich/-heid, fergje, findel, flakte, frijdom, fris, fûnis, gek, giera/-nd, goaie, grap/-pich, grif, handich, hast, helder, hippe, kenlik, kennis ('Kennnis'), klachten, klam (mei de k. op), klap, koartsefich, kraan (douche-), kribels (de k. fan krije), leares, learling, learzen, maatskiplik, maatskippij, machtiging, makkelei, mar, matich, moai, nederich, oait, of, peil, plak, plakke, plechtich/-heid, prachlich, ramp, reden ('Grund'), reedlik/-heid, rel, ridlik, rûzje, setel, skiednis, slagje, sneu, sneuvelje, spoeketfich, staking, stap, steech/-je, stelsel, stevich, stichtsje, stikkerke, stommitheit, strak, suchtsje, tinte, trant, trilje, trouwens, want (Konj.), wizigje/-ing, wurkleas/-heid.

### 1.2.2 Lienbetsjuttingen<sup>7</sup>

boarne ('Quelle'), bosk ('Wald'), flier ('Schnürsenkel'), foarmje ('bilden'), freegje ('verlangen, fordern'), friemd ('sonderbar'), haad ('Leiter, Chef'), hoeke ('Ecke'), ieu ('Jahrhundert'), kast ('Schrank'), keamer ('Zimmer'), klokje ('stimmen'), neist ('neben'), oere ('Stunde'), pak ('Anzug'), pân ('Gebäude'), rêst ('Ruhe'), rou ('Trauer'), skeare ('rasieren'), skjin ('sauber'), smoare ('erstücken'), spullen ('Sachen'), stom ('dumm'), sjiore ('senden, schicken'), wachtsje ('warten'), winkel ('Laden, Geschäft'), wreed ('grausam').

<sup>7</sup> Hjir steane ek wurden fan frijend komôf om't de betsjutting alteast hjoeddedei spesifyk NI (Holl.) is. – Wurden lykas *boarne*, *flier* en *hoeke* hearre faaks earder ta II, 1.2.4.

## 2 Gearstalde wurden (*komposita*), ek *lienoersettingen en lienbetsjuttingen*

### 2.1 *Lid- of determinatyfkomposita*

bankbiljet/-briefke, bernebyslach, bestelwein/-tsje, bierfilsje, bikkelhurld, boarchtocht, earbied/-igje, eareherstel (WFT/Fr.Wb.  $\emptyset$ ), echtskieding, eibenbelang, evenwicht, fakbûn, ferslachjouwer, fingerprint, frisdrank, gefjochtswein, geheimsinnich, gesinslibben, haadstik, hanthavenje, heechlearaar, hertsocht/-lik, hoekhâlder, jeugdsoarch, keamerleden, knokploech, kontaktkaaike (Fr.Wb. -ai-), kopstikken, de Lânmacht, leeftyd, ledgurdump, lyksoartich, maatregel, minderheden, privee-domein, omsettelesting, radiostjoerders, riedsman, rjochtbank, roijonkje, rotsoar, senuwandwaniing, sintugen, sprekbuis, spulbrekker, steatkundich, sykteferlof, tafelsblêd, tiidstip (Fr.Wb.  $\emptyset$ ), ûnevenredich, warskôging, wethâlder, wiermeitsje, wolfeart, wolwêzen, wurkleasheid.

### 2.2 *Prefikskomposita*

bedoeling, begiinsel, begryp ('Verständnis'), behâld (sels-), bekoare/-ing, bekrêftigje, bekwaam ('fähig'), belang ('Interesse'; 'Bedeutung'), belazerje, belêsting ('Steuer, Abgabe'), belide/-nis, belove, benaderje, benijd, bepaald, bepale/-ing, beroerd, beroerte, beskaving, beskermje, beskikber, beskikking (ta b.), beslisse/-ing, bespotlik, bestean (it), bestek, bestel, besjoer/-der, bestride ('bekämpfen'), beswike (faaks ek II, 1.2.4), betuetere, betraapje, betreklik/-heid, betrouber, betroud, betrouwe/-n, bewust – bybliuwe ('in der Erinnerung bleiben'), byleauwich, bysûnderheden ('Einzelheiten') – delhelje – efterhâlde, efterhelje – ferbalje, ferbliuw ('Aufenthalt'), ferdigenje (ferl. jonger lienwurld II, 2.2), ferdraachsum/-heid, ferdwine, fersange/-er/-ing, ferfeelsum, ferfele/-nd, ferfier, ferhaal, ferheven, feriening, ferkenne/-ing, ferkiezing, ferleden (syn f.; Fr.Wb. -line), ferlosse, fermannichfâldigje, fermogen/-s, ferniele, feroverje, ferpleatse/-ing, ferpleechster, ferromnje/-romming, ferseek, ferskil, ferskynsel, ferslaafd (drugs-; Fr.Wb. -slave), ferslach, ferfoan, ferfocht, fertsjinwurdigje, ferwaarming, ferwachting (yn [blide] f.), ferwar (f. tsjin), ferwoeden, foarbyld – geheim, gehiel, gehoar, gelyk (g. hawwe), genôch, gesach, gesellich, geskut, gewach, gewest, gewisse, gewoan – herfetsje, herfoarming, herhelje – ynrjochting, ynset – meidwaan (m. oan), meilijeb – misdriuw – neigean, neihâlde (erop n.), neilittenskip – oanbieding, oandacht, oandien, oandwaan ('wirken'), oandwaniing, oanjaam/-jefte ('anzeigen/Anzeige'), oanknippe, oanlieding, oanlûke (him neat o. fan wat), oansteande, oanstekker, oantekening – oerdwaan ('noch einmal machen'), oerhâlde, oerhearskje/-nd, oerheid, oerkomme ('wir-



ken'), Oemasterje, oerlêze, oerlis, oerspand, oerspanning; oerstappe, oerwinne/-ing – ôffreegje (jin wat ô.), ôlkear, ôlmeitsje, ôlfpersing (Fr. *Wb. ôfparstje*), ôlskilderje, ôlstel – omkearje, omrop – opdwaan, opfokke, opheldertje, ophelje, ophieder/-ing, oplissing, opmeitsje (wat o. kinne út), oppakke, oppoppe (mil.), opsetlik, opsicht (yn alle o.en), opsjitte – taspilin *g*, tastel – trocharbeidzje/-gean ('weiter-'), trochkrasse – tsjinstribel je, tsjinstridich – ûnderfine/-ing, ûnderfreegje, ûndergeskik/-e, ûndersi ik/-siker (ek, Forschung/-er'), ûnderwerp – ûnferbidlik, ûnfersetik, ûnferkillich/-heid, ûnferwikker, ûngedierde, ûnwennich, ûnwezenlik – ûntbrekke, ûntrinne, ûntsach, ûntslaan, ûntwyk – úbarsting, údaagje/-dagjng, útlokje, útstel (fan betelling), úsûndering – wanhoop, wantrouwe/-n – wjerkeatse.

### 2.3 *Oare gearstallingen*

behalve(n), dêlitten, efterôf, folstein, iepenbier ('offentlich'), ynienen, sadanich, sadee't, tûhûs/-huzen, temjitte.

### 2.4 *Frazemen (Itiomen)*<sup>8</sup>

fan 'e baan wêze, in blautsje jaan, foar de dea opskreaun, foar syn dwaan, nei ferrin fan tiid, jin op 'e flakte hâlde, op 'e dingen foarút rinne, immen foar de gek hawwe, de koal en de geit sparje wolle, tsjin 'e lampe fleane, lit stean ('geschweige denn'), immen oer 'i mad komme, dat is moai meinommen, op ien nei, oan 'e oarder komme/stelle, oer en wer, net opwoeksen tsjin wat wêze, sân der oer!, earne gjin side mei bespinne, bûten skot bliuwe, it swijen derta dwaan, yn 'i wylde wei.

## (II) *Mooglike Hollânske Iienwurden, Iienoersetungen en Iienbetsjuttingen ensff.*

### 1 *Tenfâldige en ôflate wurden (simplisia en derivaten)*

#### 1.1 *Wurden fan frijend komôf en ynternasjonalsimen*

adres, affêre, ak(k)er, alinea, augurk, auto, aventour, bak, balâns, bek, besite, betûft (mei lûdsbst. cht > ft; sj. WNT s.v. betoecht), beurs (ek 'stipen-

<sup>8</sup> Pas fan s. 100 ôf achtslein en ekserpearre. – Dêrfoar oer steane yn it seldde part fan de roman de folgjende Fryskelgene frazemen: *in libben op in bledsje, de eeren earne nei hingje litte, op jins iepenst wêze, yn ieren en sinen, yn 'e lytse loege stie, earne it near op lizze, eai op priemmen sette, yn 'i sâlt behtien, immen by de tomme heine.*

dium'), blaam, boartsje, boat, bourgeois, buis, bûnt, buro, bus (brievemolk-), bûzjy, destruksje, diaken, diskontearje, dokter, dominy/dûmny, dûane (Fr.Wb. 1 ø), duvel, ekwivalent (dú. Entsprechung), emploai, enerzjy, estrik, fakatuere, federaal, feit, fenyng, fiksje, file, finster, fioele, fysje, fûraazje, fyts, fiver, flesse, fleur, fluit/-sje, foars, folume, formulê, formús, fout (distançing: flater, 1.2.1), fraai (Fr. Wb. ø), framboas, frekwinsje, frucht, fruit, fûneminteel, fûns, granaat, groep, groanysk, hygiêne, hûmeur, ympasse, inket, ynsidenteel, ynsitút, iroanysk, isolearje, jenever(-beam/-bei), joad, juist, juwiel, kaart, kachel ('Kachelofen'), kaft, kampioen, kanker, kantoar, karre, karwei, katoen, kas, keat/-ling, keatse, kelder, kers/kears ('Kerze'), kers ('Kirsche'), keuken, Keulen, kezyn, kiste (dea-; †deafet), klas(se), kleur, klots, koal ('Kohl'), koarde, koarste, koers, koets, kolbert, komkommer, kommune, konsideraasje, kontinu, koster, kraal, kroan, kultuer, lakune, ledikant, leelje, legaat, letter, literatuer, loads ('Lagerschuppen'), loket, lustrum, maart, majesteit, manear, masine, masker, medisyn, meganysk, metaal, meubel, minym, minút, mitselder, mitselje, moade, moolner, mosk, munysje, munt, muzyk, natuer, neutraal [ø:], nikotine, notaris, oalje, oaljefant, oarder, oargel, observearje (obstre-), omisje, oranje, oriëntaasje (dú. -ierung), ortodoks (otter-), paaie, parochy, pas (it), pears, peloton, persintaazje, peste, pinda's, ploai/-e, poalis, poas, poer ('rein'), polder, pont(s)jer, popelier, preek, print/-sje, proef, prom, propedeuze (Fr.Wb. 1 ø), provinsje, punt, put, raap ('Rübe'), radiator, rante-kune/-eus, rantsoen, ras, ravaazje, regio, regressy, religy, rendemint, restitúsje, reuma/-tysk [ø:] (rimmetyk/-tikich), rinteniër, romantikus, rûn, sanksje, saus, sein (it), seker (ek 1.2.2, ferl. âfr. siker), sekretaris (siktaris), seponearje, sint(sje), sigeuner [ø:], syllabe, symboal, sinjaal, syntaksis, sirkwy, sitroen, skaak/skake, skakear(t)ing, skandalich, slaaf, smoesje, soldearje, soldij, sollisitant/-aasje/-earje, solúsje, stasjon, stieder), spaasje, spinaazje, spite/-ich, spons/-û-, staasje, staaazje, stasjon, stremel, struktureel, stúdzje, subsydzje (dú. Subvention), sukses/-ú-, summier, superfisy, swetse/-er, taak, taanje/tane, taart/-sje, tafel, tas, technyk, term, terrein (parkear-), Teunis, tinte, type (it), toartse, toernoai, toets, tomaat, tonym, tra(a)lje, trachter, tragedzje, trajekt, traktaasje, trein, triomf/antlik, troebel, troepen (mil.), trúk, trui, tulp, tunnel, unyk, ûns, urine, wizánsje ([m]nl. usance x fr. wize).

### 1.1.1 Suffixen fan Latynsk en Frânsk komôf

-aal: geniaal (dú. -al), muzikaal (dú. -alisch), spesjaal (dú. -ell) – -aar: learaar (dú. -er) – -aar: soldaat (dú. -at) – -ant/-ante: emigrant/-e (dú. -ant/-in) – -aris: notaris (dú. -ar), salaris (dú. -är) – -ear(t)je: avensear(t)je

<sup>9</sup> Ferl. ANS, s. 85-99, en A. Dykstra en J. Reitsma 1987.

(dú. *-ie/ien*)<sup>10</sup> – *-eel*: finansjeel (dú. *-ell*), moreel (dú. *-al/-alisch*) – *-ein*: fontein (dú. *-äne*), kaptein (dú. *-än*); porselein (dú. *-an*), republikein (dú. *-aner*) – *-êr*: nukleêr (dú. *-ar*), populêr (dú. *-är*), solidêr (dú. *-arisch*) – *-es/ese*: leares (dú. *-erin*), sekretaresse (dú. *-ärin*) – *-er*: servet (dú. *-ette*), skelet (dú. *-ert*), trompet (dú. *-ete*) – *-eur*: direktEUR (dú. *-or*) – *-eus*: dubieus (dú. *-os*), mysterieus (dú. *-ös*) – *-y*: opiny (dú. *-ion*) – *-ier*: personiel (dú. *-al*) – *-ier*: formulier (dú. *-ar*), jûwelier (dú. *-ier*) – *-ij*: partij (dú. *-ei/-ie*) – *-yk*: kronyk (dú. *-ik*, mei de klan op de stamsyllabe), publyk (dú. *-ikum*), sympatyk (dú. *-isch*) – *-int/-inte*: studint/*-e* (dú. *-ent/-in*) – *-isme*: kommunisme (dú. *-ismus*) – *-ist/-ste*: pianist/*-e* (dú. *-ist/-in*) – *-iteir*: universiteit (dú. *-ität*) – *-mint*: departemint (dú. *-ment*) – *-sje*: diskusje (dú. *-sion*), Opgossysje (dú. *-tion*); ynstânsje (dú. *-anz*), konferinsje (dú. *-enz*) – *-ner*: natuer (dú. *-ur*) – *-nere*: prosequere (dú. *-ur*) – *-ns*: politikus (dú. *-er*) – *-zje*: gearazje (dú./holl. *-age*), kolleezje (dú. *-eg/-egium*).

## 1.2 Ynlânske wurden

### 1.2.1 Gewoane lienwurden

aansen(s)/aanst, aard/eardich,<sup>11</sup> arbeid(z)je, azem (erfw. *†amme*),<sup>12</sup> baas, berrn, bile, blyn ('Fensterladen'; lienoers-), bol, broadsje, daaglik (erfw. *deistisch*), daalder, daalk(s)/daik(s), das ('Dachs'; 'Krawatte'), dy't/dat ('têr't), doop (ferl. 1.2.2), dop (aa-), dôvje, drok, drop ('Laktritze'), dwaas, dwale, efterlik, els ('Ahle'; 'Erle'), feber (foar wat), flarde, flater, fluch, foarderje, fokke/fôkje, fokker, freeslik, frou, fânling, gâns, geld, gemier, glimkje (de wurdstam), gol (mei lûdsust. u > o), graach (erfw. *jerne*), hagedis, hantearje/-ing, harte (erfw. *riuwe*), heden (op 't h.), helder, hof (erfw. *hōf* mei oare betsj.), hulde, huldige, huverje/-ich, ing (erfw. *near*), jager, jas, juffer, kaak, kikkert, kleuse, kling(e) ('Hügel'), knikke, knikkert, knippe, koarts, krap, kream (alle betsjen), laach (*de/it*), lawaai, leven (l. *meisje*), lint, lok,<sup>13</sup> men, mēs/mes (al âwfr.), mûnling,<sup>14</sup> nier, noch (erfw. *jil*), nocht (mnl. *genoechte*, mldú. *genoechte*), oait, pet, pi/-tich, plúzje, poes, poffe, pols/-kje, pop, prate, prikke, priil, ramt (mnl.

<sup>10</sup> Sj. WFT 4, s. 251f. – De troch F. Holthausen gearstalde list fan 'Fremd- und Lehnwörtern' yn it Aldfrysk (ferl. Dekker 2000, s. 53) betittelt allinnich mar trije foarbylden, t.w. *absolvēta*, *conformēta*, *concentēta*.

<sup>11</sup> Wurd troch Buna 1969, s. 13f. as erfword behannelle, mar as sadanich hie it 'Tonehohung' hawwe moatten, dus oerfr. \**erd* (âwfr. \**trd*).

<sup>12</sup> Sj. Århammar 1968, s. 54f.

<sup>13</sup> Mei lûdsustúsje *it* > *u* (> *o*), ferl. Århammar 2001, s. 320 (mei ferwizing nei Lofsstedt en Spenter 1968, s. 126 (nêst skiem. *gelok/lokke* ek stok = de Fryske erflieding *sik*)).

<sup>14</sup> Ferl. haadstik 3, fn. 35.

geraemte), raven, rêd ('Rad'),<sup>15</sup> rem, remje/remme, rits/sluting), roaije, ruter, sechje, selden, senuw (erflûd. sine, dus eig. 1.2.2), senuweflich, sy/sij,<sup>16</sup> sichte, sindeling, skarrelje, skok(ke), skoppe, skrander, skurf, slak, sliter, sloardich, slope, smoke, snedig, snert, snoad, snor/-oa-, snoeie (evt. 1.2.4), soms, spier, steech/stege (evt. 1.2.2), ste(i)ger, steil, stel, stelle/-ing, stip ('Punkt'), stoepe (evt. 1.2.4) streep, stumper, sucht/-sje, sunich, sutelje,<sup>17</sup> tak(ke) (erfw. tûke), tas, tear (adj.); evt. 1.2.2./4, fêrl. âfr. teddre), tier/-e, toai/-e, tobje (evt. 1.2.4), todde, touter/-je, traach, traan, trefje, treflik, turf, tûl/-sje,<sup>18</sup> ûnderling, walch/-lik, walm/-je, wang (erfw. fûtsjeak, fêrl. schierm. tjaik), wazem/-je, wet, wezenlik(en) > winlik(en), wyk ('Stadtreil'), woarst (erfw. marge), wrok/-je.

-*eu*-wurden (ynkl. 'lienlûdingen', faken ek wol út it Stedsk, inkelden ek wol út it Nedersaksysk; sj. ek ûnder 1.1.).<sup>19</sup> beuker, beul, beurt, breuk, deugd, deun (d. by), deuntsje, dreun/-e, fleugel, freugde, geur, gleuf, heuge, heuker/-je, heup, heuvel, jeugd, jeuzelje, keuning, keure/-ing, keutel/-je, kleur, kneukel-, kreun(i)e, kreupel, leugen, leune, meuch, neuke, peuk, peul, peuterje, peuzelje, reus, reutelje, seupelje, seure, sleur (be-), smeule,

<sup>15</sup> Mei lûdsbst. (sj. Århammar, 1969, s. 66f.), nêst it erfwoord *tsji*.

<sup>16</sup> Neffens my stiet it net yn bestân dat de persoan. foarmwurden *sy/sij* ûntliend binne, en dat grif al yn de Midfryske perioade, alhoewol't hja yn de literatuertaal miijd waarden, wat foar in part noch it gefal is. It Aldfrysk ken as net-enklytyske foarmen allinnich mar *hiu* (fem. sing.) en *hia* (plur.), en de *h*-anlaut is, sa't de eil.-nfr. foarmen *jū* en *jaſjo* útwise al Oerfrysk (fêrl. Århammar 1968, s. 62f. mei noat 54). It besykjen fan J. fon Wearinga (1984) om it nêst *hja/hju* yn de noardlike Wâlden foarkommende net-enklytyske *si* op oerfr. \**siu* (= âsaks. *siu*) werom te lieden. wie gjin grûn foar. It wie him ynjin troch it nij ûntdutsen saneamde Straubinger fragmint, dêr't er de befêstiging foar syn teory fan it Fryske komôf fan de Heliand-dichter yn fûn miende te hawwen. Dy troch fon Wearinga neamde Grinzer lêzing hâlde er yn in gearkomste fan Aldfaers Erf. Yn it neipeutar haw ik de yn dat fermiddlen ûntankbere taak op my nommen om tsjin syn (hypo)tezen yn te gaan. In publikaasje is der net fan kommen, mar letter hat Thomas Klein (1990) yn in like heldere en kompetente as yngeande stúdzje definityf mei fon Wearinga en J. A. Huisman harren opfettingen ôfweefd. De Aldfryske oerlevering lit ommers ek gjin romte foar in kontinuïteit \**siu* → *si* bûten de enklize, en sa bliuwt allinnich mar Nedersaksyske ynterferinsje as ferklearring foar noardwâld. *si* oer. Oars wurdt ek troch fon Wearinga foar it klaaifr. *sij* 'Dutch influence' oannommen (s. 108). Yn in filologekongres-lêzing, troch fon Wearinga en ek it WFI oer 'e holle sjoen, hie Klaas Fokkema (1968) al mei it ûnderwerp te set west. Hoewol't syn betoech op dit punt net altiten like dúdlik is, mient Fokkema blykber ek (s. 46, 'onder alle voorbehold') foar noardwâld. *si* kontinuïteit mei it prehistoaryske fr. \**si* (\**siu*) oannimme te meiten; fêrl. ek Fokkema/Spahr v.d. Hoek 1967, s. 35f.

<sup>17</sup> Sj. haadstik 3, lêste alinea.

<sup>18</sup> Sj. haadstik 3, lêste alinea.

<sup>19</sup> Fêrl. Tamminga 1984. Hy ûnderskaat lûdoermimming (= myn 'lûdlieningen'), byg. *dreune* (: *droane*), *heuge* (: *hûgeje*), *keuken* (: *koken*), *leune* (: *lynje*), *neus* (: *noas*) en wurdtoermimming (= myn 'gewoane lienwurden'), byg. *fleugel*, *heuvel*, *sneu*, *steun(e)*, *treurich*.

sneu, s **ŋ**æp/er, sneuvelje, speure, spreuk, steun/-e, steure, streupe/-r, teutsje, trur(j)e, treurich, treuzelje.

*-wi-wurd*en (ynkl. 'ienlûdingen', ferl. bui : buoi, ruijle : roaljle; sj. ek ûnder 1.1.): **ŋ**lusterich, brui/-e, bui/-ich, duit, guit, kruike, kuier/-je, ruij/-je, spuit/- sje, stuit, stuitsje.

*-te-abstrata* **Kt**<sup>20</sup> (hearre – alteast foar in part – faaks earder by 1.2.4.): djoerte, drokte, flakte, fierte, gewoante, holte, ingte, kalnte, krapte, leechte ('laagte'), leechte ('leegte'), ljfte, mannichte, romte, rûnte, sykte, skamte/-ea-, skerppe, sterkte, stille, swakte, swierte, warmte, wiidte.<sup>21</sup>

## 1.2.2 *Lierlûdingen*

achter († en skriuwaal: efter),<sup>22</sup> bad (âfr. beth, fôhr.-amr. bääth/-s), bân (al âwfr. band nêst bend[el]), beet (âfr. bite; ferl. bytsje), berch (?)<sup>23</sup>, binnen (âfr. birna), blaas (sealt. blâise), blau (âelinf. \*blē, mar âfr. blāw, E; ferl. grau, rau), boas (âfr. bās-), bocht (fôhr.-amr. bacht 'Knikehje' < \*bicht), boet(s)je (âfr. bēta), braak(tân), broek (âfr. brēk, helg./fôhr. brēk), bûten (âfr. būta), dak (: tek), dat (al âwfr. nêst âlder thet), dekke (ûnt-; : tekke/tekie), dief (ftsjeaf), ding (âfr. thing), dinging (: tining 'schwellung', wang. thîng 'Dünung'), doarp (: terp), doch(s)/dôch (âwfr. dach, âefr. thach), dôf/doof (: hylp. daif < âfr. dāf), doft ('roebank'; helg. toff), dol ('roepin; helg. tol), dope/doopje (âfr. dēpa nêst kersna/kristenia), draaie (wang. thriia, fôhr.-amr. trā 'toudraaie'), drage,<sup>24</sup> drave (G.J. troaye < âwfr. troju(wia), driigje (âsaks. thrēgian; ferl. ek âfr. thrūwa), duldzje (âwfr. theldar/tielda), dûtsk (âfr. R thiodsk, wang. thiutsk), duvel (âldere lient.: âwfr. dīvel; âefr. diouvel), dwerch (âwfr. dwirg, G.J. dwirg-manke),<sup>25</sup>

<sup>20</sup> Ferl. A. Dykstra en J. Reitsma 1987.

<sup>21</sup> Oare *-te-wurden* as byg. *breedte/-i*, *dippte*, *droechte*, *griente*, *nichte*, *kuolle/-oe*, *lingte/-a*, *tsjokte* binne ek yn de East- en Noardfryske dialekten te finen, mar dêr kin fansels ek Leechdûtske en ek Hollânske ynterferinsje yn it spul wêze; it lêste jildt benammen ek foar it Sealtersk dat him dúdlik binnen de Hollânske yntloedsfear befynt. Nei útwizing fan it fokalsme binne *hөөchte*(e) en *moitte*(e) yn alle dizze dialekten út it Leechdûtsk ûntlend. Foar de suffiksabstrakta yn it (âldere) Fêstlansnoardfrysk sj. Arhammar 1988, s. 694. – Foar it Aldfrysk sjoch Ahlsson 1960, s. 125-136 en foar it Middelcheudisk Grunewald 1944, s. 12-20; benammen it lêste lit in grut tal wurddparalleljen ta it Nederlânsk sjen.

<sup>22</sup> Sj. haadstik 3, lêste alinea.

<sup>23</sup> Ferl. âwfr. *birg* en de Fryske plaknamme *Burgunn*, mar (al?) G.J. berg. Mar oars as by *dwerch* (sj. diit) ferwachet men by in wurd as *berch* (en ek *bergie*!) gjin ynterferinsje (ferl. op dy iene útsjûndering wang. *bars* nei de East- en Noardfryske erfliedingen). Om ta in wisse konklúzje te kommen, see it hiele wfr. wurdmateriaal mei âfr. *e* foar *r* + fealar – ek neffens dialektyske differinsjasje – ûndersocht wurde moatte.

<sup>24</sup> Al of noch (?) âwfr. *draga* (en mei ferkoaring *draggat*?) nêst âefr. *fāntf. draga*; liening of troch it Hollânsk stipe lûdfoarm?

<sup>25</sup> Ferl. fn. 23.

dwers/-a- (âfr. thweres), echt (âfr. aft), effen, eigen (†ein), faar (âld-),<sup>26</sup> fange (âwfr. fân), feardich (†jocht-; †furdich), feart (âfr. ferd/-i-; ferl. berd/-i- > burd), fee, fege (oerdr.; erf. feie), feger, ferkocht/-koft (al âwfr.), fet ('F/fett'; âwfr. fat 'fett'), fint (âlder lienw.?: feint), fraach/frage (âfr. frêge), gast (âfr. jest), gat (: jet), gear(j)e (be-; G.J. bejearre/-jeare), geef (âfr. jève), geel/-ie- (sealt. jeel), geit, genôch (âwfr. anoegh), geunst (< -u-; al âwfr. gonst/-u- nêst erfl. eenst), gevel (wang. jûgel), gjin (†jin), gjirrich, grave (âwfr. griova = âfr./âwfr. greva),<sup>27</sup> grau (âwfr. grê, âwfr. \*grê), greep (: gryp), grepen (be-), groet(e)nis, groetsje (âfr. grêta), gunne, hant- yn hantfet, -lieding, -rekken, -wurk e.o., haven, hoed(z)je (al âwfr. hōda), houlik, izer, keel/-ie-, kear(d)el (†tjerl/-i-), keunst (< -u-), kyl, kin (âfr. tzin-/ing. chin), klaver (sealt. kleuwer), kloot (†kleat), kocht (âwfr. kapede; kaped/coft), lever (sealt. lieuwer/wang. liver), leverje (G.J. lieuwerje), ljurk (skierm. lerts),<sup>28</sup> lucht (ek 'Geruch'), macht (al âwfr.; âfr. -e-, fōhr.-amr. -ää-), mendei (< mnl. mānen-; : moandei),<sup>29</sup> mocht (al âwfr. mochte; âfr. machte, fōhr.-amr./sylt. maad/-t), nee (erf. noa/nfr. naan),<sup>30</sup> neef, nicht, nut, nutsje (âfr. netta), nuttigje (âfr. nettigja), oast/-en (erfl. east/-en), rau (âe/nfr. \*hrê), saak (âfr. seke), salve (âwfr. \*sâlve), see,<sup>31</sup> sede (âwfr. syd, dat.pl. sidem/-n), sedich, seef (sealt. sieuwe), sege (âfr. sî), -selde (faaks ek sels), keet, skoan, skodzje (âfr. skedda), skroar (âwfr. skrêder), slach (al âfr. nêst erfl. -slei en erf. slêk), smet (sealt. smiet), steek (yn 'e s. litte), spraak/sprake (âfr. sprêke), streek (sealt. striek), sûnde (-d-, ferl. âlder sûne; al âwfr. sonde : âfr. sende), sweevje, taal (âwfr. tale : âfr. tele; ek 1.2.3.), teef (sealt. tieuwe), tsjin (†jin), waar (âfr. were 'Ware'), wane (âfr. wēna), wapen (âfr. wêpen), wezeling, west/-en, winsk/-je (ing. wish), woartel,<sup>32</sup> wol ('Wolle'; âwfr. ol-, wang. ull), wolf (Bogerman ulf; : ûlefyst = nl. wolfsveest), wolk (âwfr. vlccnum), wraak (âwfr. wrêk, G.J. wreck), wrak (helig. wreak), wûne (âfr. u/vnde; âld erf. dolch), wûnder/-je/-o-.<sup>33</sup>

### 1.2.3 Lienbetsjuttingen<sup>34</sup>

- 26 Sj. haadstik 3, fn. 35.  
 27 Kin ek in wat jonger lienwuord wêze (ferl. it erf. wurd *dolle*).  
 28 Sj. haadstik 3, lêste alinea.  
 29 Sj. Ârhammar 1986 en haadstik 3, fn. 35.  
 30 Ferl. Spenter 1968, s. 200.  
 31 De erflûding soe wol \*sîe wêze moatte (ferl. *flie, rie*). Ek *wez* sil grif in lienlûding wêze. Mar ferl. Spenter 1968, s. 200.  
 32 Ferl. de erflûdingen mei umlaut yn Spenter 1968, s. 109.  
 33 Sj. Ârhammar 1977.  
 34 Hjir steane ek wurden fan frjemd komôf om 't de betsjutting atleast hjoed de dei spesifyk Nl. (Holl.) is.

bleat ('n acht'), boel ('Masse'), boadskip ('Besorgung, Einkauf'), buro ('Schreibisch'), doel ('Ziel'), fäd ('Vormund'), kear ('Mai'), keppel ('Gruppe, Herde'), klee'd ('Teppich'; miskien ek 1.2.2), klomp ('Holzschuh'), klû ('Erdscholle'), knap ('gescheit, tuchtig'), kont ('Hintern'), mislik ('übel', b. Übelkeit), neef ('Vetter'), ploech ('Mannschaft, Gruppe Arbeiter'; of 1.2.1.?), pols ('Handgelenk'), saken/sake- ('Geschäfte/Geschäfts-'), sin ('Satz', taalk), skeakelje ('schalten'), slûkje ('schmugeln'), smeekje/smeke ('anflehen'; ek 1.2.4.?), spjield(e) ('Steckradel'), spoar ('Eisen-Bahn, Zug'), sjitte ('mit den Hörnern stoßen'; erfv. wang: rûf föhr.-amr. nij), stoarte (jild s. 'Geld einzahlen, überweisen'), taal ('Sprache'; ferl. 1.2.2.), ta(a)p ('Ausschank, Theke'), trouwe ('heiraten'); ferl. noch: hâlde fan immen ('jmdn. lieben'), op slot dwaan/wêze ('abschließen/abgeschlossen sein') e.o.

#### 1.2.4 Faaks troch in Hollânsk stipe wurden/relikten c.q. âldel(re) liennurden

baarch, bear ('Eber'), blike, board ('Teller'), boete, buorman-/lju (de betsjuttinge), deare, dollé, faak, flaaie, fier (: telle 'plancken vloer, dorstvoer', wang. tille 'Fußboden'), flues, freegje ('bitten, fördern'), froed, fûke, gasp, gean/steam,<sup>35</sup> gear-, griis (âwfr. grē, mar ek al grīs), groeie, harsens (:

<sup>35</sup> Sjoen de distribúsje fan âfr. *gân/stân* en *gungal/sonda*, dy't yn grutte halen mei de tradisjonele yndieling yn Awfr. resp. Aefr. oerienkomt (sj. Meijering 1990, benammen s. 341ff. en 347), soene de earskeanden en harren Nwfr. netkommelingen gear en steam in klassyk foarbyld fan leksikale stipe, yn dit gefal troch it Holl. neamd wurde kinne (oer 'lexikalische Stützung' sj. Arhamar 2001, s. 316 mei literatuer). Der is nammers ek binnen it Awfr. verparadigma in dúdlik distribjepatran en -ferskil te merkbiten tusken foarmen fan *gân/stân* oan 'e lene en *gunga* (-o-)/*sonda* oan 'e oare kant. Sa fine wy yn de 3de pers. sg. praes. ynd. allinnich mar foarmen fan *gân/stân*, l.w. *g(h)el(e)l(h)*, *-ei-/stet(h)*, *-ei-* (ferl. mnl. en mldt. *geet*, *-ei-/steet*, *-ei* nest *gaet/staet*) en yn de folgjende foarmkategoryen inkel'd en allinnich sokke fan *gunga*, -o-/*sonda*, l.w. praes. opt. *g(h)ung(h)le*, -o-/*sonda*, de 3de pers. sg. praet. ynd. *g(h)eng(h)*, -ek, *-t-/stol(e)d*, pl. praet. ynd. -en, praet. opt. -e en part. praet. *g(h)enz(i)en*, -i-, -s-/*stanz*; ynsaf'er is der dus sprake fan in komplemintêr distribuearre suppletjeferskynsel. Dêrfoar'er sjoegge wy yn de oerbleaune foarmkategoryen noch de lêste resten fan in eardere foarmsynkretisme (foarmen en frekmjnsje neffens Buma syn Jus-glossarium): ynt. praes. 38x *gaem/45x* (-)*staen* resp. 1x *gungal/2x* *sonda*, gerund. 11x *to* (*iti*) (-)*ga(e)l/hu/5x* *to* (*te*, *ti*) *stal(e)ne* resp. 1x *to* *ongunganel/1x* *iti* *stande*, part. praes. 2x *gaende* (*ridande* *ende* ~, XIX)/2x *stane* resp. 12x -*gungande* (adj., leksikaliscare)/6x *standant(e)* e.o.: fan de 3de pers. pl. praes. ynd. binne der -*staak* tafallich - inkel'd *gaen-/staen*-foarmen oerlevere: 9x (-)*g(h)ael(h)/6x* (-)*staed*, (-)*staet(h)*. - It Jus-glossarium fan Buma (1996) jout yn dit ferband oanlieding ta de folgjende opmerkingen: benammen ek mei it each op de semantyk (ferl. 'Vorwort', s. 7) hie it better west om sawol *gân/gunga* as *stân/sonda* (lê's *standa*) yn ien mienskiplik wurdartikel te behanneljen; dan wie de auteur ek it maleur besparre bleaun dat de praet.-foarmen *gheng(h)en* e.o. en ek it part. praet. *ghenzien* s. v. *gân* te stean kamen, wylst de oare part. praet. - sa 'tit heart' - s. v. *gunga* te finen binne. It docht jin ek nij dat Buma yn it 'Vorwort' mei gjin wurd dêrfan rept dat de

brein), yn (al âwfr. in nêst oen), ieu, keat(sje), knieze ('quetschen'), kwea, lichem, lyster (helg. troasel), mank, meal(l)je (wang. grîn), mol, mouwe (sealt. sleeuw), naaie (âfr. s̄a, hylp. s̄ie), nei ('na[ar]mach', al âwfr. nei nêst lienlûd. nâ; erfw. efter, sealt. âtter), oast, roet, siik (sealt. kroank), skilder ('Maler, Anstreicher'), skilderje ('malen, anstreichen'), skilderij ('Gemâlde'), skulp (evt. 1.2.2.), skrift ('Schreibheft'), skrikke ('erschrecken', yntr.), skuorre (nl. scheuren), sliep ('Schlâfe'), snoek (sealt. hâkt), trien (â[e]fr. târ).

## 2 Gearstalde wurden (*komposita*), ek *lienoersettingen* en *lienbetsjuttingen*

### 2.1 *Lidkomposita*

belanghawwende, -ryk, -stelling, bestimmingsplan, beukerskoalle ('Kindergarten'; nei foarbyld fan nl. kleuterschool), bromfyt, brulloft (G.J. ~; eins 1.2.2), deakiste (erfw. deafet), dikkop ('Kaulquappe'), dinne-appel, dobbelstien, drankbestriider/-ing, earbel, feestdei ('Feiertag'; erfw. hjeidei), fynplak, folchoarder, fraachstik, frommes (plur. froulju),<sup>36</sup> hagedis (nêst gerskrûper e.o.), húshâlding ('Familie'), ierappel, koplampe, kweajonge,

---

sekretaresse fan it Frysk Ynstitút (RUG) Saakje van Dellen Buma syn fysjesapparaat op Jus yn 1981 útiypt hat en dat doe stinsele eksimplaren oan kollega-frisisten en oare ynstituten ta beskikking steld waarden. – Wat de troch Meijering (1990, s. 341f.) behannele Ommelanner hânskriften H en F oangret, binne hjir in pear spesifikaasjes op syn plak: Yn H komme foarmen fan *gân* allinnich mar twa kear foar: 3de pers. sg. praes. ynd. *ingeth* (Algem. boetetaksen) en part. praet. *forjen* yn rym mei *ursten*, wylst it deselde út it westen ôfkomstige rymkronyk 'Fon alra Fresene fridome' bûten it rym *gingin* stiet. Alle foarbylden fan *stân* komme út dyselde tekst, t.w. ynf. praes. *stan* (rymwurd: it ûnfryske *gedan*), *bistan* (rym: *duan*), *forstan* (rym: *gedan*) en part. praet. *ursten* (ferl. boppe). F hat yn totaal in ferhâlding fan 32 foarmen fan (-)gunga tsjinoer 7 fan (-)gân en 29 foarmen fan (-)stonda tsjinoer 6 fan *stân*. De distribúsje is yn detail: 6x (-)gunga : 3x *ga(e)n*, 8x *to* (-)gungane : 2x *to* (-)gan, 1x *vingande* :  $\emptyset$ , 4x *gant* (< \*gength) : 1x *in-ende* *vihgeth* (Sjölín glossarium s.v. *gan*), part. praet. ûntbrekt – 9x (-)stonda : 1x *bistan*, 1x *to stonda*n :  $\emptyset$ , 2x *onstonda*(de) (adj., leksikalisearre) :  $\emptyset$ , 5x *stant* : 2x *stet(h)*, part. praet. 2x *-stenden* : 3x *ste(e)n*; yn de 3de pers. pl. praes. ynd., praes. opt. en part. ynd/opt. komme allinnich mar foarmen fan *gunga* en *stonda* foar. De opfallende part. praet.-foarmen *forjen/ursten* (H) en *ste(e)n* (F) komme oerien mei âwfr. *oengen* (oark., ferl. Boersma 1939, s. 86), dat fuoriset wurdt troch m/nwfr. *ginisten* (G. J. nêst *ginzen/stoien*; opfallend is by G. J. de 1e pers. sg. praes. ynd. *gong* = praes. opt. en ymperat., ferl. Brandsma 1936, s. 86). Foar de hjoeddeistige dialektfoarmen sj. Hof 1933, s. 181f. en WFT s.v. *gean* en – op kommandewei – *stean*. De East- en Noardfryske dialekten hawwe de âlde Fr. : Ldû. isoglosse *gunga/sonda* : *gân/ stân* folút oanholden.

Ferl. WFT en WNT s.v. *vrouwmensch* (plur. *vrouwite/-den* en *-luit/-den*); G.J. *frouwminsche*.

<sup>36</sup>



leadjitt<sup>er</sup>, leaveharsbistke, múnstik,<sup>37</sup> oandielhâlder, canhel(lings)teken, oanslacthljiet, ôfbrekkingstekken, ôfkeapsom, ôffiedekunde/-ich, persoonsbewiis, Paktferfänger, poat-/potlead, poddestoel, pompstasjon, púnheap, rydbew<sup>is</sup> roskaam, nullferkaveling, sechsmán, sinbou/lear(e), sinessappel, skamh<sup>eit</sup> (e.o.), skrikkeljier, slachtoffer, spjirrebeam, sprinkhoame, stoamb<sup>oal</sup>, taalkunst, taalkunde, taleknobbel, terskiftier (erfw. telle), trochsk-yrkamerer (Fr. Wb. 2; mei -skyn- foar holl. -zon-), winkelsintrum, wolf<sup>ear</sup>t/-wêzen, wynstreek.

## 2.2 *Prefixskomposita*

achter-*sj*, efter- – bedard, bedêst, bediele, bedoele, bedonderje, bedroch, bedwelnj<sup>e</sup>, befalle ('gefallen'), befalle/-ing, befeiligje/-ing, befeisje (al letâwfr. beâtia), befining, befjochtsje, befrommelje, begeliede/-ing ('betreuen/Betreuung'), begraffenis, begrutsje/-grutting, begûchelje, behâldend, belear/-e/-der, behelje, behelp/-sum, behept, behoartik, behoefte, bekaaid, bekoartik, bektrompen, belette, belied, belizze/-er/-ing (jild b. 'Geld anlegen'), belofte, bemiddelje/-ing, beminnd, benuoienis ('Eimischung'), beraud, benul, beofenje/-er/-ing, bepleisje, beprate, berêste, berie(d), berin, berou, besef/-fe, beskaafd, beskôgje, beslist, besmetlik, besnette, besopen, besprek, bestân/-stand ('Waffenstillstand'), besteegje, bestudearje, besunigje/-ing, beswier, betrekke/-ing, betûft (sj. WFT), bewarder, bewear/-ing, bewege/-ing – bybedeling, bybetalje, bydraaie ('einlenken'), byfak/-ker, byfalle, byggeand, byhâlde, bykoken, bykomstich/-heid, byprate, byskave, byslach, byspikerje, bystân/-stand ('Sozialhilfe/-amt') – boppebou, boppedriuwe, boppekomme ('hochkommen'), boppeslach – delkomme (d. op 'hinauslaufen auf'), dellizze (jin earne by d. 's. mit etw. abfinden'), delsette/-ing, delstrikje, deltelje – efterban, efterneef/-nicht, efterstân – ferantwurdig, ferantwurdlik/-heid, ferbân ('Zusammenhang'), ferbasterje/-ing, ferbylding ('Phantasie'), ferbouwe/-ing, ferbrekke, ferbrizelje, ferbruite, ferdedigje/-ing, ferdjipping ('Etage, Stockwerk'), ferdôvjel/-ing, ferdrukking, ferfolch, fergees, fergif/-tich, fergiffigje/-ing, fergriizje/-ing, fergunning, ferhelderje/-nd, ferhelpe ('beheben'), ferhâlding, ferhúzje, ferkâlden/-ing, ferkeapje (al âwfr. forkâpia; erfw. sella), ferkearing, ferklikke/-er, ferklêfsje/-ing, ferkropje, ferkwânselje, ferkwine, ferlamming (berne-), ferleegje/-ing, ferlies, de Ferljochting, ferlossing, fermaak/-lik, fermeitsje ('amüsieren'), ferpleging ('Allen-/Krankenpflege'), ferpletterje/-ing, ferrassing, ferrek(D)/freak(D), fersêltsje/-ing, fersel/-te, fersierel/-der, fersyld reitsje, ferskûlje, ferslaan/-slein, fersneling, ferstek (by f), fersteld, ferstevigje, ferstear(j)e, ferstopje ('verstecken'), ferswakje/-king, ferrale, fertelle/-ing, fertinke/-ing

<sup>37</sup> Ferl. haadstrik 3, fn. 35.

(‘verdächtigen/Verdacht’), fertsjustermoanje, fertoane/-ing, fertoevje, fertolkje/-ing, fertraagje/-traging, fertrek, ferwêzen(t)likje/-ing, ferwiderje/-ing, ferwurde – foarâlden, foarbarich, foardieliich, foardracht/-drage (‘vorschlagen’), foarkar, foarletter, foarljochtsje/-ing, foaroansteand, foaroprinne, foarrang (‘Vorfahrt’), foarrút, foarsjen/-ning, foarstanner (‘Befürworter’), foarútgong, foarútsicht/-sjoch, foarútsjibjend – foldwaan/-ing, folhâlde/-er, folstean (mei), foltôgje/-ing, folwoeksen – ynbring, yndruk, ynfalle/-er (‘ersetzen/Ersatz’), yngean (tsjin), ynge-wikkeld, yngripjend, ynhiere, ynintsje/-ing, ynkomsten, ynlaske, ynlocht-sje/-ing, ynpikke, ynpolderje, ynrekkenje, ynsinking, ynskikke/-lik, ynspanne/-ing, ynstruing, ynteelt, yntekenje/-er/-ing – misbaksel, misdied(d) (dú. Verbrechen), misdrage (jin m.), misfetting, misgean/-rinne, miskeap, miskenne/-ing, miskream, misliede/-ing, mispunt, misre-kenje/-ing – neibeskôging, neibesteande, neifraach (‘Erkundigung’), nei-kaarte, neikommeling, neilibje, neimaak, neiplúzje, neisleep, neitsins – oanbefelje/-felle/-ing, oanbod, oanbring/-e/-er, oandiel (‘Aktie’), oan-darre, oandrage, oanfalle (‘angreifen’), oanfluiting, oanfolje/-folling, oanfraach (‘Antrag/-forderung’), oanfurdigje, oangean (‘beginnen’), oangripe/-nd (‘ergreifen/-d’), oanhelf/-fe, oanhelje, oankinne, oanklam-p(j)e, oanlis, oanlokklik, oanmaak, oanmoedigje/-ing, oanmimlik, oanmim-mer, oanpak/-ke, oanprate, oanrande/-er/-ing, oanrekking, oanriding, oansjen (guon betsjuttingen), oansketten (‘beschwipst’), oansluting, oan-spraaklik/-heid, oanstellerich/-ij, oantiging, oantreklik, oanwakkerje, oan-wiid (de oanwiisde persoan) – oerbuorman, oerdracht/-lik, oererv(j)e, oer-floedich (‘reichlich’), oerhelje (‘bewegen zu etw.’), oerjaan (jin o. ’s. ergeben’), oerlêst, oermeitsje, oerpleatse/-ing, oerprintsel, oerskeakelje, oerskot (it stoffik o.), oerskriuwe, oerstekke, oerstjalpe/-e- (‘überhäufen/-schütten’), oertocht, oertrêdje/-ing (‘Verstoß/-gehen’) – ôfbeakenje/-ing, ôfbealgje/-beule, ôfbylding/-byldzje (‘Schilderung/schildern’), ôfbluwe (‘nicht berühren’), ôfbrekke (‘Wort trennen’), ôfdwaand, ôffallich/-ge, ôfheardigje/-u- + -feardigje/-ing, ôfgean (op wat), ôfgeand, ôfgong (‘Blamage’), ôfgriis/-gryslík, ôfhandich (ô. meitsje), ôfhinklik, ôfkarre (ek lienlûding -keure), ôfkeape (‘ablösen, auszahlen’), ôfknappe, ôfkom-st/-ich, ôfkreake, ôfkundigje, ôflevering (‘Lieferung eines Buchwerks’), ôflizze (it ô. [tsjin]), ôflosse/-ing (‘tilgen/ Tilgung’), ôfpakke, ôfrânselje, ôfremje, ôfskiede (‘abtrennen’), ôfslaan/ -slach (‘abzweigen/Abzweigung’), ôfsluting (‘Abspernung, Verschluss’), ôfslisse, ôfspraak, ôfstappe, ôfstraffe, ôfstudearje, ôfswaate, ôftingje, ôftobje (jin ô.), ôfweevje (mei), ôfwêzich – ombûging, omdwaan, omhaal, omheine/-ing, omlining, omsjen (nei), omskeakelje, omslach (guon betsjuttingen), omslachtich, omstan-nichheden, omtrek – opringst, opdoek(j)e, opdonderje, opdracht, op-dwaan (‘finden’), opeaskje, opfiede/-ing, opfiere (‘steigern’), opfleurje,

opfolgi *e/-er/-ing*, ophawwe (it mei immen o.), opheffe/-ing ('schließen'), opheldere, ophelje ('abholen'), opjaan ('angeben, -melden'; 'erbrechen'), opknapp *Pe/-knappje*, opkomst, opleverje, oplibbing, oplicht(s)je, opliede/-ing, oplosser/-ing, opluchtsje/-ing, opmaak, opmeisje (út wat o. 'schießen'), opmerke/-ing/-lik, opneam(m)e, opse/-lik, opsjtte, opskerpel/-er, opkypje, opslaan ('speichern'), opslach ('Lager'), opslute, opsmite, opsomje/-sommig, opspraak, opstappe, opstekke, opstel ('Aufsatz'), opstigng, opstrikje, opstrûpe, optein, optocht, optuge, opwekje/-wekke ('erzeugen'), opwine/-ing – tabediele, tajaan ('nachgeben'), talykje, tajiochtse/-ing, taneierje/-ing, tapasse/-ing, tapaslik, tasizzing, tasijtlik, taspraak/-sprekke, tastean ('gestatten, gewähren', mar ferl. ek dú. zuggeste(n), lawinskje – trochboartsje ('weilerspielen'), trochbraak, trochbringe ('verbringen'), trochferbine, trochferkeapje, trochferrelle, trochgean ('doch stattfindend' e.o.), trochgrûne ('ergünden'), trochhawwe, trochjaan ('weitergeben'), trochsette ('durchhalten'), trochsjitte ('ins Kraut schießen'), trochslach (de t. jaan), trochstean ('aus-/standhalten'), trochtraaste/-nd', trochtrape (adj.), trochwurkje ('weiterarbeiten'); 'fortwirken') – tsjinkomme, tsjinlizzer, tsjinslach, tsjinstanner, tsjinwurkje/-ing – ûnderhannelje/-er/-ing, ûnderkenne, ûnderlein, ûnderskiede/-ing ('auszeichnen'), ûnderwiis, ûnderwizer/-es – ûndjip, ûngelyk, ûngemak – ûntbiede, ûntbine/-ing ('auflösen, zersetzen'), ûntdien, ûntdûke/-ing, ûntdwaan (jin û. fan), ûntfermje (jin û.), ûntgûchelje, ûnthaal, ûnthâlde ('behalten, s. merken'), ûnthelje, ûntkenne/-ing, ûntlede/-ing, ûntmanelje/-ing, ûntmaskerje, ûntploffe/-ing, ûntregelje, ûntromje/-romming, ûntsetend, ûntslach, ûntsjen, ûntsjitte, ûntspoare/-ing, ûntstekking (long-) – útbanne, útbesteegje, útbyldje/-ing, útblinkel/-er, útbraaie (op; 'hinauslaufen auf'), útdrukking, útein/-lik, útfear, útfloesel, útgomje, úthaal/-helje (guon betsj.en), úthoeke, útensette/-ing, útjouwer/-ij, útknipse!, útkomme (foar wat), útliz, útmeisje ('entscheiden'), útmoardzje, útpraak ('ausgehen'), útputte/-ing, útraffelje, útrikke/-ing, útsjen (nei wat), útslaan (guon betsj.en), útslach ('Ergebnis'), útsmûter ('strammer Max'), útstapke, útstek (by ú.), útstel/-le ('Ausschub/-schieben'), útsûnderlik, útrêksel – wanbehear, wanbelied, wandie(d), wangedrach, wanhopich, wantij – wjergean, wjerhâlde, wjerklank, wjerljoch/-sje.

*ge-*wurden<sup>38</sup> (ynkl. Ilenluding(en)): gebed, gedoge, geduld, gefaar/-lik, gefal, gehalte, gelegen/-heid, geloof, gemeente, genietsje, genot, gerak, geryf-lik/-riif/-ri(1)v(j)e, gesicht, geslacht, getal, geweld, gewurde litte, grifformeard, ûngedien (û. meitsje) en tsientallen oaren.

### 2.3 *Oare gearstallingen*

<sup>38</sup> Ferl. WFT 7, s. 81f. en Tamninga 1963, s. 23-26, 115-117 en 230-232.

betiid, byderhant, efterbaks, efteroan, efterop, folút, goedkeap, ienris, ynpleats, miskien, neitiid, oerdwers, oerhoeks, oerstjoer/-ens, omtrint, tekoart (it), teloarstelle/-ing, trochhinne ('hindurch'), uteraard, wjerskanten/-siden; ferl. noch: Goede Freed, Wite Tongersdei.

Ahlsson, Lars-Erik (1960)

*Die altfriesischen Abstraktbildungen*. Uppsala.

ALE = *Atlas Linguarum Europae*, sous la rédaction de Mario Alinei/A. Weinien et al. Caries et Commentaires, Vol. I, 1-4. (Van Gorcum.) Assen 1983-1990; 1, 5. (Istituto Poligrafico.) Roma 1997.

ANS = *A lernene Nederlandse Spraakkunst*. Onder redactie van G. Geerts, W. Haeser yn, J. de Rooij en M. C. van den Toorn. Groningen en Leuven 1984.

Århammar, Nils (1968)

‘Die Herkunft des Inselnordfriesischen im Lichte der Wortgeographie’, yn: *Philologia Frisica anno 1966*. Grins, ss. 49-76.

Århammar, Nils (1969)

‘Die friesischen Wörter für ‘Rad’ (‘Wheel’)’. In: *Kopenhagener germanistische Studien Band 1* (= Festschrift Peter Jørgensen), Kopenhagen, ss. 35-84.

Århammar, Nils (1972/73)

‘A Frisian Supplement to Buck’s Dictionary of Indo-European Synonyms?’, yn: *Us Wûrk 21-22* (Bydragen wjld oan de neitins fan mr. M. G. Oosterhout (1920 – 1970)), ss. 241-245.

Århammar, Nils (1977)

‘Die Wûrt-Namen der nordfriesischen Geesinseln und der initiale w-Schwund vor u im Friesischen’. In: *Onoma 21*, ss. 57-65.

Århammar, Nils (1984a)

‘Die Lerche (Alauda) im Friesischen: ein Beitrag zum Atlas Linguarum Europae. Über Inlautassiblierung, unregelmäßige Lautentwicklung und ‘Lehnlautungen’’, yn: *Miscellanea Frisica* (Festsbondel H.T.J. Miedema). (Fryske Akademy:) Assen, ss. 137-152.

Århammar, Nils (1984b)

‘Das Deutsche im Sprachkontakt: Friesisch/Deutsch’, yn: *Sprachgeschichte. Ein Handbuch der deutschen Sprache und ihrer Erforschung*. 1. Halbband (HSK 2.1) Berlin/New York, ss. 930-938; 2, verbesserte und erweiterte Fassung in der 2. Aufl., 2003 (HSK 2.3), ss. 3300-3317.

Århammar, Nils (1986)

‘Der ‘Umlaut’ der wfrises. Dialektform *mendei* ‘Montag’. Ein Beitrag zur Lautgeschichte des westerlauwerschen Friesisch und zum Atlas Linguarum Europae (ALE)’, yn: *Us Wûrk 35*, ss. 85-107.

Århammar, Nils (1988)

‘Zum lexikalischen Ausbau des Nordfriesischen vom 16. Jahrhundert bis zur Gegenwart’, yn: Horst Haider Munske et al. (Hgg.), *Deutscher Wort-*

- schatz. Lexikologische Studien* (Festschrift Ludwig Erich Schmitt). Berlin/New York, ss. 687-726.
- Århammar, Nils (1999)
- ‘Gesteuerte und ungesteuerte Modernisierung des Nordfriesischen: Wortschatzausbau und Reduktion sprachlicher Redundanzen’, yn: Gunter Spieß (Hg.), *Modernisierung des Wortschatzes europäischer Regional- und Minderheitensprachen*. Tübingen, ss. 1-17.
- Århammar, Nils (2001)
- ‘Das Nordfriesische im Sprachkontakt (unter Einschluß der nordfriesischen Lexikologie)’, yn: *Hânboek*, ss. 313-353.
- Århammar (2003)
- ‘Zur Erschließung von Dialektlexik mittels hochsprachlicher Wortregister’, yn: *Wörter und Namen. Festgabe für Ulrich Scheuermann zum 65. Geburtstag*. Hrsg. von Maik Lehmborg. Bielefeld, ss. 17-25.
- Aspects = *Aspects of Old Frisian Philology*, edited by Rolf H. Bremmer Jr, Geart van der Meer and Oebele Vries. Amsterdam - Atlanta, GA and Groningen/Grips, 1990.
- Blom, Gosse (1981)
- Hylper Wurdboek*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Boelens, Krine (1980)
- ‘Wat oer de brekking yn it Mitselwierster Frysk sûnt 1900’, yn: *Coulonnade. Twa-en-tweintich Fariaasjes, oanbean oan mr.dr. K. de Vries*. Ljouwert/Leeuwarden, ss. 21-33.
- Boersma, Jan Sybe Hylke (1939)
- De Friesche oorkonden út het archief van het St. Anthony-Gasthuis te Leeuwarden. II. Een bijdrage tot de kennis der historische grammatika van het Westfriesch*. Amsterdam.
- Boutkan, Dirk (2001)
- ‘Lexicology of Old Frisian’, yn: *Hânboek*, ss. 647-653.
- Brandsma, Wytze Lammert (1936)
- Het werkwoord bij Gysbert Japicx*. Assen.
- Bree, Cor van (2001)
- ‘Stadtfriesisch’ und andere nichtfriesische Dialekte der Provinz Fryslân’, yn: *Hânboek*, ss. 129-138.
- Breuker, Ph. H. en A. Janse, red. (1997)
- Negen eeuwen Friesland – Holland. Geschiedenis van een haat-liefdeverhouding*. (Fryske Akademy:) Zutphen.
- Breuker, Pieter (2001a)
- ‘West Frisian in Language Contact’, yn: *Hânboek*, ss. 121-129.
- Breuker, Pieter (2001b)
- ‘The Development of Standard West Frisian’, yn: *Hânboek*, ss. 711-721.

- Buma, W yten Jan (1969)  
 ‘Pruwkefan in Frysk ôflikekundich wurdboek’, yn: *Us Wurk* 18, ss. 1-52.
- Buma, W yten Jan (1996)  
*Vollst ndiges W rterbuch zum westerlandwesschen Jus Municipale Frisonum*. (Fryske Akademy.) Leeuwarden.
- Dekker, Kees (2000)  
 ‘Betwee n Rome and Rustingen: Latin Loan Words in Old Frisian’, yn: *Philologia Frisica anno 1999*, ss. 27-56.
- Dykstra, Aine (2001)  
 ‘Lexicology of Modern West Frisian’, yn: *H nboek*, ss. 143-147.
- Dykstra, A en J. Reitsma (1987)  
*Omkearwurdboek fan de Fryske Taal*. Ljouwert.
- Foerste, William (1938)  
*Der Einflu   des Niederl ndischen auf den Wortschatz der j ngeren niederdeutschen Mundarten Ostfrieslands*. Hamburg. Reprint Leer 1975.
- Foerste, William (1958)  
*Der wortteographische Aufbau des Westf lischen*. Mit Kartenteil. Sonderdruck aus: *Der Raum Westfalen IV.1*. M nster/Westfalen.
- Fokkema, Klaas (1943)  
 ‘De invloed van het Stadfriesch op het Friesch’, yn: *Bydr. en Mededeel. der Dialecten-Commissie van de Nederl. Akademie van Wetensch. te Amsterdam*. IV, ss. 1-10; werprinte yn: *Nei wider kimen. Kar  n syn* [Prof. Dr. K. Fokkema] forsprate skriften. (Fryske Akademy.) Grins 1969, ss. 292-301.
- Fokkema, Klaas (1968)  
 ‘De historie van enkele pronomina in het Westerlauwers Fries’, yn: *Philologia Frisica anno 1966*, ss. 43-48.
- Fokkema, K. en J. J. Spahr van der Hoek (1967)  
*Taelatlas fan de W lden/Linguistic atlas of the Eastern part of Friesland*. Assen.
- Fr. Wb. = *Frysk Wurdboek. H nwurdboek fan ‘e Fryske taal*. 1: *frysk – nederl nsk*, gearstald troch J. W. Zantema. Drachten/Ljouwert 1984. – 2: *nederl nsk – frysk*, gearstald troch W. Visser. Leeuwarden/Ljouwert 1985.
- G. J. = E. Epkema, *Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gijbert Japicx*. Leeuwarden 1824. (Sj. ek Brandsma).
- Gosses, Godard (1928)  
*De Friesche oorkonden uit het archief van het St. Anthony-Gasthuis te Leeuwarden. I. Een bijdrage tot de kennis der historische grammatika van het Westfriesch*. Bolsward.
- Grunewald, Gottfried (1944)  
*Die mittelniederdeutschen Abstraktsuffixe*. Lund/Kopenhagen.

- Hânboek = *Handbuch des Friesischen / Handbook of Frisian Studies*. Herausgegeben von / Edited by Horst Haider Munske in Zusammenarbeit mit / in Collaboration with Nils Århammar, Volkert F. Faltings, Jarich F. Hoekstra, Oebele Vries, Alastair G. H. Walker, Ommo Wiltz. (Max Niemeyer Verlag:) Tübingen 2001.
- Hoekema, Teake (1979)
- Lânfrysk – Skiermûntseager Wurdlist*. (...) gearstald út Arne Spenter syn *Eilânder Stúdzjes*. Grins (*Estrik* 56).
- Hoekstra, Eric (2001)
- 'Frisian Relics in the Dutch Dialects', yn: *Hânboek*, ss. 138-142.
- Hoekstra, Jarich F. (2001)
- 'An Outline History of West Frisian', yn: *Hânboek*, ss. 722-734.
- Hof, J. J. (1933)
- Friesche Dialectgeographie*. 's-Gravenhage.
- Klein, Thomas (1990)
- 'Die Straubinger Heliand-Fragmente: Altfriesisch oder Altsächsisch?', yn: *Aspects*, ss. 197-225.
- Kooy Dz., T. van der (1937)
- De taal van Hindeloopen*. 's-Gravenhage.
- Meijering, H. D. (1990)
- 'Die altfriesischen monosyllabischen Infinitive auf -n und die Gliederung des Altfriesischen', yn: *Aspects*, ss. 336-348.
- Munske, Horst Haider (1979)
- 'Die Frisistik – ein Mauerblümchen der germanischen Sprachwissenschaft', yn: *Scripta Frisica. Tinkbondel foar Arne Spenter (1926-1977)* = *Us Wurk* 28, ss. 163-178.
- Munske, Horst Haider (1995)
- 'Bemerkungen zu Situation und Perspektiven der Frisistik in Deutschland', yn: *Friesische Studien II* (NOWELE Supplement vol. 12), ss. 165-176.
- Munske, Horst Haider (2001a)
- 'Vorwort/Preface'. Yn: *Hânboek*, ss. XI-XIV.
- Munske, Horst Haider (2001b)
- 'Wortbildung des Altfriesischen'. Yn: *Hânboek*, ss. 636-647.
- NEW = Jan de Vries, *Nederlands Etymologisch Woordenboek*. Met aanvullingen ... door F. de Tollenaere. (E. J. Brill:) Leiden 1971.
- Richthofen, Karl Freiherr von (1840)
- Altfriesisches Wörterbuch*. Göttingen.
- RND = Krine Boelens en Goasse van der Woude, *Dialect-Atlas van Friesland*. Met medewerking van K. Fokkema en E. Blancquaert. I. Teksten, II Kaarten. Antwerpen 1955 (*Reeks Nederlandse Dialectatlassen* 15).



- Scheuermān, Ulrich (2001)  
 ‘Frisische Reilke im ostfriesischen Niederdeutsch’, yn: *Hânboek*, ss. 443-448.
- See, Klaus von (1984)  
 ‘Politisch-soziale Interessen in der Sprachgeschichtsforschung des 19. und 20. Jahrhunderts’. In: *Sprachgeschichte. Ein Handbuch der deutschen Sprache und ihrer Erforschung*. 1. Halband (HSK 2.1) Berlin/New York, ss. 242-277.
- Sipma, Pieter (1949)  
*Ta in Frysk II. Wurdelear*. Ljouwert.
- Smet, Gilbert de (1983)  
 ‘Niederländische Einflüsse im Niederdeutschen’, yn: G. Cordes und D. Möhn (Hgg.), *Handbuch zur niederdeutschen Sprach- und Literaturwissenschaft*. Berlin, ss. 730-761.
- Spenter, Arne (1968)  
*Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart. Eine geschichtliche Studie des autochthonen westfriesischen Inseldialekts*. Kopenhagen. (Sj. hjirta Hoekema).
- Spenter, Arne (1983)  
 ‘Niederdeutsch-friesische Interferenzen’. In: G. Cordes und D. Möhn (Hgg.), *Handbuch zur niederdeutschen Sprach- und Literaturwissenschaft*. Berlin, ss. 762-782.
- Tamminga, D. A. (1963)  
*Op 'e Taellelling. Losse trochsneden fan Frysk taelliben*. VII. Boalsert.
- Tamminga, D. A. (1984)  
 ‘Skippeje yn it sok fan it *eu-lûd*’, yn: *De Pompeblêden* 55, s. 207; werprinte yn: D.A. Tamminga, *Kantekers. Fersprate sitken oer taal en literatuer*. Grins 1985 (*Estrik* 67).
- TONAG = K. Heeroma, *Taalatlas van Oost-Nederland en aangrenzende gebieden*. I-III: Kaarten en toelichingen 1-30. (Van Gorcum:) Assen 1957, 1960, 1963.
- Veen, Klaas F. van der (1986)  
 ‘Yndieling en relative ôfstân fan Fryske plattelânsdialekten’, yn: *Philologia Frisica anno 1984*. Ljouwert, ss. 10-58.
- Veen, Klaas F. van der (1993)  
 ‘Towards an Etymological Dictionary of West Frisian’, yn: Rolf H. Bremmer Jr. and Jan van den Berg (eds.), *Current Trends in West Germanic Etymological Lexicography*. Leiden, ss. 143-155.
- Veen, Klaas F. van der (1994)  
 ‘Yndielingskaarten fan Fryske plattelânsdialekten’, yn: *It Beekken* 56, ss. 1-23.

Veenstra, D. H. (1989)

'It projekt Fonology en morfology fan 'Fryske' dialekten op basis fan fjildwurk: oanlieding, doelstelling en opset', yn: *Philologia Frisica anno 1988*. Ljouwert, ss. 75-91.

Wearinga, Juv fon (1984)

'The Frisian pronoun *si*', yn: *Miscellanea Frisica* (Feestbondel H.T.J. Miedema). (Fryske Akademy:) Assen, ss. 103-109.

WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*. Diel 1 - 18 (-siedsprút). (Fryske Akademy:) Ljouwert - Leeuwarden 1984-2002.

WNT = *Woordenboek der Nederlandsche Taal*. Deel 1-25, 's-Gravenhage en Leiden 1882-1991.

# Ta de *medich*-konstruksje yn it Frysk

*Jarich Høekstra (Christian-Albrechts-Universiät, Kiel)*

## 1 Yn 't foar

Yn dit artigel wol ik in syntaktyske konstruksje yn it omtinken bringe dy't benammen yn it wat âldere Frysk tige hiem is, mar dy't yn 'e taalkundige literatuer – op ien lytse útsûndering nei – oant no ta net achtslein is.<sup>1</sup> In typysk foarbyld fan 'e ferbining dêr't it my om te rêden is, is te finen yn (1) (de boarra-e-oantsjutting is hjir en tenei neffens it WFT):

- (1) Us Fryske foarreamannen **binne** hjar ek **medich** mear mei it Krite-wurk **to binoejen** [A.M. Wybenga, *Y.ú.e.t.* 79 (1921)]

De gearstallende parten fan 'e konstruksje binne it helpitidwurd *wêze*, it eigenskiplswurd of bywurd *medich*, en in *te*-ynfinityf. Nei it iemint dat der it meast útkipt, it wurdslje *medich*, sil ik de konstruksje fierdersoan oantsjutte as *NEDICH-KONSTRUKSJE*. De hiele konstruksje *medich wêze te V-en* drukt deontyske modaliteit út (d.w.s. ferplichting, needsak, ensfh.) en betsjut sa folle as '(medich) V moatte'. In sin as (1) kin dus rûchwei omskreaun wurde as yn (2), d.w.s. mei it modale helpitidwurd *moatte*:

- (2) Us Fryske foarreamannen moatte har ek (medich) mear mei it Krite-wurk benuoie

Behalven de betsjutting binne der ek formele skaaimerken dy't de *medich*-konstruksje mien hat mei it modale helpitidwurd *moatte*. Lykas by de modale helpitidwurden kin him yn 'e *medich*-konstruksje V-ELLIPSIS oppenearje: de ynfinityf, d.w.s. de keale ynfinityf by modale helpitidwurden en de *te*-ynfinityf yn de *medich*-konstruksje, kin weilitten wurde, at er út 'e kontekst wei idintifisearre wurde kin (ferl. § 2.1). Mei V-ellipsis ferskymt de *medich*-konstruksje ek op it iennichste plak dêr't er yn 'e taalkundige literatuer op it aljemint komt.<sup>2</sup> Yn 'e rubryk 'Fynsten en fragen' yn *De Pompe*-

---

<sup>1</sup> Foar har kommintaar op in kladder fan dit artikel betankje ik Siebren Dyk en Willem Visser.

<sup>2</sup> In muoi wiidweidige beskriuwing fan 'e *medich*-konstruksje fymt men ek yn WFT 14, s.v. *medich*. Dy is basearre op it materiaal oangende de konstruksje dat ik by de jierren lans sammele ha (likemôch 150 foarbyldisimmen út 'e Fryske literatuer) en dat ek de basis is foar dit artikel.

*blêdden* 33 (1962), s. 120 wiist Sjoerd Zeyl út Koudum op 'e aparte sinnen yn (3):

- (3) a. Mem **is nedich** in nije túchsûger  
b. Sa'n foriening **is nedich** in goede foarsitter

en hy set sin (3a) foar sin (4) oer:

- (4) Mem **is** in nije túchsûger **nedich**

Hy nimt sa't it liket oan dat yn alle trije sinnen de idiomatysk ferbining *eat nedich wêze* stiket. Sa't ik lykwols sjen litte sil, binne de sinnen yn (3) foarbylden fan 'e *nedich*-konstruksje mei ellipsis fan in *te*-ynfinityf (soksawat as *te hawwen*), wat ek ferklearret wêrom't in nije *túchsûger* en *in goede foarsitter* dêr rjuchts fan *nedich* steane. Yn sin (4) hat men út soarte àl de idiomatyske ferbining *eat nedich wêze*.

Dizze stúdzje hat de neikommende yndieling: Ik begjin mei in koart oersjuch fan 'e wichtichste data oangeande de *nedich*-konstruksje (§ 2) en besykje dêrnei in syngroane analyse fan 'e konstruksje te jaan (§ 3). Ik sil twa analyze besprekke dy't yn 'e beneaming komme, in analyse fan *nedich* as 'raising'-adjektyf (§ 3.1) en ien dêr't *nedich* in bywurd is dat tegearre mei it tiidwurd *wêze* in gearstald modaal helptiidwurd foarmet (§ 3.2). De twadde analyse giet dermei, sa't ik sjen litte sil. Yn § 4 behannelje ik de fraach, hoe't de *nedich*-konstruksje ûntstien is; ik sil in stikrije mooglike boarnen fan 'e konstruksje besprekke, te witten de modale *te*-ynfinityf (§ 4.1), de idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* (§ 4.2) en in syntaktyske mjuksfoarming (§ 4.3). Hjir hat, sa't dúdlik makke wurde sil, de tredde mooglikheid de pree. De syngroane en diagroane analyse fan 'e *nedich*-konstruksje wurdt dan yn § 5 noch koart adstruarre mei in stikmannich nijsgjirige data út in oar Westgermaansk dialekt, nammentlik it Steusk. Yn § 6 fetsje ik de risseltaten fan it ûndersyk gear.

## 2 Data

Wy begjinne mei in oersjuch fan 'e wichtichste data oangeande de *nedich*-konstruksje. Ik bring yn paragraaf 2.1. en 2.2. de primêre syntaktyske en semantyske skaaimerken fan 'e konstruksje op it aljemint. Yn 2.3. besprek ik koart in pear histoaryske aspekten fan 'e konstruksje.

## 2.1 *Synta Kryske skaaimerken*

Earst om op 'e smaak te kommen yn (5) noch in stikmannich foarbylden fan 'e *nedich*-konstruksje út 'e literatuer:

- (5) a. Hy **wier** dôch mei de tûd ek **nedich** hwet lêszen en skriuwen **to laren** [S.K.Feltsma, *F.m.n.* 112 (1873)]  
b. Us foarhâlding, sa dy no is, **is nedich** oars **to wirlden** [J.P. Asman, *Sw.* 68 (1894)]  
c. Men **is nedich** hwet noed fen yens lichem **to stean** [W. Dykstra, *jûdstamper* 63 (1891)]  
d. De jonge **is** der **nedich to bliuwen**, it earmhûs is ek al tige biset [W. Cuperus, *swart* 133 (1949)]

Yn 'e foarbylden yn (5) ferskynt de konstruksje yn haadsinnen. De foarbylden yn (6), dêr't de konstruksje yn in bysin stiet, litte sjen dat de *te*-ynfinityf yn ekstraposysje stiet, d.w.s. rjochts fan 'e hûgde foarm fan *wêze* (oer ekstraposysje fan *te*-ynfinityven yn it Frysk, sj. De Haan (1987) en Hoeksma (1989)):

- (6) a. Den begjinne in hele bulte ek al in to sjen, ... dat se **nedich** alle onnutte útgaven **benne to mynen** [*Fr. Hsjftj.* 33 (1858)]  
b. Nou ha 'k wer oare dingen, Dy 'k **nedich** **ben to dwaen**. [J.A. Schoelker, *perfeester* 13 (1863)]  
c. Hiu scoe 't butermeitsjen end hwet mear ta 't boerespil bihearth end dat en gôede bôerinne **nedich is to wienen**, wol gau foar 't fôrstand ha. [K. Aartma Asn, *Sw.* 57 (1864)]  
d. De keapman gyng nei him ta en sei, dat hy him **nedich** foart **wie to sprekken** [J.P. Asman, *bothnia* 10 [1893]]

It wurd *nedich* yn 'e konstruksje kin lykas oare eigenskipswurden of bywurden modifisearre wurde troch gradaoantsjuttende wurdjes lykas *sa* (ferl. (7a)), fersierkjende bywurden lykas *tige* (ferl. (7b)), fersierkjende foarheaksel lykas *brea*- (ferl. (7c)) en de komparatyfûtgong *-er* (ferl. (7d)):

- (7) a. Yn sa'n fabriyk is alles **sa nedich** op tiid en regel to gean, oars giet 't op in djûr net goed [C.D. v.d. Weg, *neistre* 91 (1890)]  
b. En in soun minske is **tige nedich** goed op 't foer to sitten, as er swier arbeidsje moat [H. Hager, *S. en R.* 13 (1905)]  
c. Ik koe der net ta komme om dy derfor de brievefracht út de hûse to jeyen, dyste sa **breanedich** wierste to hâlden [*Fr. Hsjftj.* 34 (1868)]

- d. Ien boel arbeiders (nimme) har bern te gouw van de schoalle ..., om dat se **nodiger** wat binne te vertjinjen as te verleren [K. Vlietstra, *neijtschoalle* (1854)]

Sa't ik yn 'e ynlieding al sein ha, kin him yn 'e *nedich*-konstruksje ellipsis fan 'e *te*-ynfinityf oppencarje, at it weilitten tiidwurd út 'e kontekst wei identifisearre wurde kin. Wat it meast foarkomt, is it weilitten fan in tiidwurd fan beweging, sokssawat as *te gear*, yn 'e omkritre fan in rjuchtingsoantsjutting.<sup>3</sup> Ferlykje de foarbylden yn (8):

- (8) a. Nou wier se sa mei pîne in 'e holle forlegen, dat hja **wier nedich** op bêd [A.J. Snoek, *Bijek* 57 (1855)].  
b. Mar do wieren se ek foart nei de Saen reise, hwent Reinder **wie** der sa **nedich** hinne [J.P. Asman, *reinder* 110 (1891)]  
c. Ik **bin** oars **nedich** wer nei hûs, om Geale komt thús to drinken en den moat it klear stean [T.G. v.d. Meulen, *F.m.n.* 17 (1896)]  
d. Ik stean hjirre mei de lytsjonge en ik **bin** sa **noadich** foart [D. Kiestra, *skreach* 84 (1936)]

It lege tiidwurd kin lykwols ek oare betsjuttingen ha. Sa kin yn (9a, b) ek sokssawat as *te gear* derby tocht wurde, mar dan net as tiidwurd fan beweging mar as tiidwurd dat in feroaring fan tastân oantsjut. Yn (9c) is *te wêzen* weilitten, yn (9d) *te kommen* en yn (9e) *te hawwen*.

- (9) a. Net om my, sei de houn, mar 't keal **is nedich** dea [Dykstra & v.d. Meulen, *doaze* 131 (1882)]  
b. Nou ik *ben* sa **nedich** oan 't *scrieuen*; ik moat in brief *scrieue* nei de kening [W. Dykstra, *Fr. Hsfrj.* 199 (1852)]  
c. Hja **wierne** der **nedich** op 'e noas by [A.M. Wybenga, *For 't Frysk jongfolk* 23 (1931)]  
d. Hja prate oer in moart as wie it neat, der **is** sa **nedich** in ein oan [J.P. Asman, *wraek* 67 (1892)]  
e. Marten **is nedich** wer in jas oan, it wirdt moarns al kâlder [W. Cuperus, *tried* I 23 (1941)]

De betsjutting *te hawwen* hat it lege tiidwurd ek yn 'e niis al neamde gefallen yn (3), dêr't it identifisearre wurdt troch it saaklik foarwerp. Ferlykbere foarbylden fynt men by de rûs:

<sup>3</sup> Om 'e wille fan 'e konkretens sil ik by V-ellipsis hyltyd prate fan it 'weilitten' fan in beskate *te*-ynfinityf. Ik bin lykwols fan betinken dat der neat weilitten wurdt, mar dat der in basisginnerearre leech tiidwurd is dat út 'e kontekst wei beskate ynterpretaasjes krije kin (sj. Hoekstra 1997, Hâst. 6).

- (10) a. Ii scoe wol fiftich goune tsjin ien sette doare dat er der net om techte dat baes STILLMAN bare **nedich** sîn jild **wier** [W. Dykstra, *Ft. Hsftj.* 75 (1852)]
- b. Us NINKE **wier** sa **nedich** hwet better sneinse joepe [Bijek. 12 (1857)]
- c. Ji moaike, mear woe 'k jo nou net om freegie: ik **wier** oars **nedigr** twynlichfusen [Bijek. 33 (1873)]
- d. Mem sei, ik **wier** ūge **nedich** ien, mar 't koe yet wol in wike twa wachtsje [J.S. v.d. Steegh, *oaninken* 40 (a. 1882)]
- e. Hy stinde en flokte: „de poaten binne my suver yn ein, 'k **wie** hjir **nedich** in pear moaije lichte klompkes“ [R. Broisma, *de boer en de arbeider op ekema* 31 (...)]
- f. Hy **wie** **nedich** in faam dy't him wat bybrocht, dat er wat krektier op himsels waard [T. Kuiper, *de ferhoalen wiertheid* 125 (1982)].

Ta beslút kin yn 'e *nedich*-konstruksje it passivse helpiidward *te warden* weilitten wurde, at yn 'e sin in ôfslutend mulward stiet. Ferlykje de foarbylden yn (11):

- (11) a. Dur **is** vor oaf dog **nodig** genderzoet / Is men trouwd / dan is dur te Iet betogt [*Gesprek* 6,2-6,3 (ca. 1810)]
- b. „Nou **wieren** dy sekken **mâlle nedich** hwet ticht boun,“ sei de dief, „wist ek tou?“ [W. Dykstra, *Ft. Hsftj.* 130 (1854)]
- c. Us tûn, dy't **nedich** hakke wie, / Dy bliuwt for wyld nou lizzen [T.J. Bonnema, *S. en R.* 182 (1897)]
- d. De five **wier nedich** keard [U. v. Houten, *sînde* 15 (1938)]

## 2.2 Semantyske skaaimerken

Dan noch in wurdamnich oer de betsjutting fan 'e konstruksje, benammen fan it wurdse *nedich* sels. Dêrmei komme wy op in wif terrein, want de *nedich*-konstruksje is hurd yn 't neigean en de skreaune taal jout jin wol it syntaktyске omskot fan 'e konstruksje, mar net de krekte ynhâld of de aksintuearing dy't jin wat oer dy ynhâld sizze kinne soe. Dat is krekt by de *nedich*-konstruksje net ûnwichtich. It WFT (Dl. 14, s.v. *nedich*) jout as wichtichste betsjuttingen fan *nedich* in eigenskiپswurdlike 'needsaaklik' en in bywurdlike 'driuwend'. Dy lêste komt typysk yn kombinaasje mei it modale helpiidward *moatte* foar. Sûnder mis fanwegen de opfallende oerienkomsten mei de modaal helpiidward-konstruksje mei *moatte* behannellet it WFT de *nedich*-konstruksje ek ûnder *nedich* 'driuwend'. It is lykwols de fraach oft de *nedich*-konstruksje altyd de betsjutting 'nedich (d.w.s.

driuwend) moatte' hat. Der is reden om oan te nimmen dat de *nedich*-konstruksje yn in sin lykas (12) yn prinsipe likegoed in neutrale betsjutting 'moatte' ha kin as in emfatysken ien 'nedich moatte':

(12) Hy **wier nedich** ris nei syn fûken **te sjen** [T.W. Syster, *F.m.n.* 110 (1908)]

= (i) Hy moast ris nei syn fûken sjen

= (ii) Hy moast nedich ris nei syn fûken sjen

Fierwei de measte foarbylden út 'e literatuer kinne beide lêzingen ha en dy binne ek net altyd maklik te ûnderskieden. Men fynt yn 'e literatuer lykwols ek genôch sinnen dêr't in neutrale ynterpretaasje fan 'e *nedich*-konstruksje it meast yn 'e reden leit. Ferlykje:

(13) a. Winter **wier** men **nedich** mei in flues oer de bek lisse **to kennen**,  
lûk as de kikkerts [*Bijek.* 15 (1857)]

b. Nou kin ik foar ien great daelder heel wol ien pear scoën meitse,  
mar gjin wirk der min *ja* mei sizze kin, den **ben** 'k **nedich** ien trije  
goune [E. de Haan, *Bijek.* 38 (1851)]

c. In smid, dy goed hinderbisaen scil, **is nedich** in hînderfoet troch  
en troch **to kennen** [U.K., *F.m.n.* 69 (1878)]

d. En den **bin** ik er yn de earste dagen **nedich** by **to wêzen** om 't jo  
ynnimme to litten, krekt sa 't moat [W. Dykstra, *wiberen* 56  
(1896)]

e. Dizze man **wier** wol **nedich** in foech deis jas, hawwe jo dy ek? [W.  
Cuperus, *tried I* 24 (1941)]

f. De man **wie nedich** fan efteren en fan foaren eagen [A.M.  
Wybenga, *alderheljen* 60 (1970)]

Zeyl wiist der yn it stikje yn *De Pompeblêdden*, dat ik yn 'e ynlieding oan-  
helle ha, op dat *nedich* yn sin (3a) by him 'driuwend' betsjut (mem moat  
perfoarst in nije stoifsûger ha, om't de âlde neat mear wurdich is), wylst  
*nedich* yn sin (3b) by him neutraal is (sa'n feriening moat, yn it algemien  
sprutsen, in goede foarsitter ha). Der binne al mei al oanwizingen dat *nedich*  
yn 'e *nedich*-konstruksje sawol de neutrale eigenskipswurdlike betsjutting  
'needsaaklik' as de emfatyske bywurdlike betsjutting 'driuwend' ha kin.



### 1.3. *Histoaryske aspekten*

Foarbylden fan 'e *nedich*-konstruksje mei V-ellipsis fynt men ek al yn it Midfrysk  $\Sigma$  yn 'De Burkerij' (útjûn yn Brouwer (1963)) steane njoggen foarbylden:<sup>4</sup>

- (14) a. 'K Bin **nodig** eerst en lest mei ynne baan [1774a, 54]  
b. De jedwâl is nou **nodig** oer de braak [172]  
c. De braak is **nodig** for it onleeg dien [175]  
d. De Slatters binne **nodig** ynne slêet / Te slatten [178]  
e. Hj is dog **nodig** mei it volk yn 't vield [219]  
f. Ujls weet en koon is **nodig** ynne bân [327]  
g. Itnoot is **nodig** tuis za, joed as moon [380]  
h. En ploeg en eide is **nodig** ynne grôn [461]  
i. Om njuggen oere is 't alles **nodig** klêer [544]

Opfallend is dat yn it Midfrysk gjin foarbylden fan 'e *nedich*-konstruksje sûnder ellipsis fan in *te*-ynfinityf foarkomme. Faaks soe men (12d) sa optefsjje kinne, mar in lêzing dêr't *te slatten* as in foech 'afterthought', in finale bywurdljke oantolling, opfette wurdt, liket my hjir wol sa wierskynlik ta. Opfallend is fierders dat alle foarbylden yn (12) set't it liket ellipsis fan *te wêzen* (of *te kommen*) hawwe.

### 3 In analyze fan 'e *nedich*-konstruksje

Wy sille no neigean oft de yn paragraaf 2 bybrochte primêre data en oaren dy't hjirnei noch op it aljemint brocht wurde sille, ús it paad wize kinne nei in analyze fan 'e *nedich*-konstruksje. Yn dizze paragraaf besprek ik twa mooglike analizen fan 'e *nedich*-konstruksje: (i) ien dêr't *nedich* as in 'raising' - adjektivyf opfette wurdt (§ 3.1.), en (ii) ien dêr't *nedich* in bywurd is dat tegearre mei it tidwurd *wêze* in gearstald modaal helpiidwurd foarmet (§ 3.2.).

<sup>4</sup> In iennichste oare foarbyld fan in *nedich*-konstruksje yn it Midfrysk fynt men yn 'Aagje Usbrants' (útjûn yn Brouwer (1953)), al is it net alhiel dúdlik hoe't men dat ynterpretearje moat:

(i) Ik wit net hoe 't ik it hadde zil, **az ik min nodig jild wier**, ik zette ze beide op dy stâl [s. 22, r. 11-12]

Faaks is yn *az ik nei nodig jild wier* it bywurd *nei* foar de haadwurdljik eaggjende wurdfolge *nodig jild yn min teroare* (ferl. *ik ha net/gjin genôch jild*). Of is der kontaminaasje mei *az ik min jild nodig wier*?

### 3.1 Bestiet der in 'raising'-adjektyf nedich yn it Frysk?

Lit ús earst ris de mooglikheid yn ús omgean litte dat *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje in 'raising'-adjektyf is. It soe dan op ien streek stean mei adjektiven lykas *likely* en *certain* yn it Ingelsk. Sokke eigenskipswurden kinne foarkomme yn twa foermeel ûngelikense, mar rûchwei lykbetsjuttende konstruksjes: (i) ien mei in foarútwizend foarnamwurd *it* as ûnderwerp dat konfirrensjeel is mei in neikommende finite bysin (ferl. (15a)), en (ii) ien mei as syntaktyk ûnderwerp in haadwurdkloft dy't it logysk ûnderwerp fan in neikommende ynfinite bysin is (ferl. (15b)).

- (15) a. It<sub>i</sub> is **likely/certain** [ that he will win ]<sub>j</sub>  
b. He<sub>i</sub> is **likely/certain** [ *t<sub>i</sub>* to win ]

De standertanalyse fan sinnen lykas (15b) is, dat it ûnderwerp fan it komplement nei de ûnderwerpsposysje fan 'e haadsin ferskood is, in ferskynsel dat yn 'e literatuer bekend stiet as 'subject raising'. Dat it ûnderwerp fan sokke 'raising'-konstruksjes logyskerwise net yn 'e haadsin thúsheart, is dúdlik: wat 'wierskynlik' of 'wis' is yn (15b), is net 'hy' mar 'syn winnen'. Mei't der yn 'raising'-konstruksjes gjin seleksjerestriksjes bestean tusken it ferhefte ûnderwerp en it 'raising'-predikaat, kinne 'raising'-predikaten yn prinsipe mei alle soarten fan ûnderwerpen kombinearre wurde, bgl. mei it ûnderwerp fan waar-predikaten en mei it ta ûnderwerp promovearre foarwerp fan passive sinnen:

- (16) a. It<sub>i</sub> is **likely/certain** [ *t<sub>i</sub>* to rain ]  
b. This book<sub>i</sub> is **likely/certain** [ *t<sub>i</sub>* to be read ]

Yn 't earste oankommen liket foar de Fryske *nedich*-konstruksje in analyse fan *nedich* as in 'raising'-adjektyf oantlokklik: Njonken de konstruksje yn (17a, b) mei in foarútwizend foarnamwurd as ûnderwerp dat de korifearinsjele *dat*-sin of *om*-sin oankundiget, soenen wy yn it Frysk in konstruksje ha – deselde yn (17c) – dêr't *nedich* in ynfinitykomplement selektearret en dêr't it ûnderwerp fan dat ynfinitykomplement ferheft is nei de haadsin:

- (17) a. ...dat it<sub>i</sub> **nedich** is [ dat er fuort komt ]<sub>j</sub>  
b. ...dat it<sub>i</sub> (foar him) **nedich** is [om PRO fuort te kommen]<sub>j</sub>  
c. ...dat er<sub>i</sub> [**nedich** [ *t<sub>i</sub>* fuort *t<sub>j</sub>* ] is te kommen]<sub>j</sub>

Mei't (ferbale) *te*-ynfinitiven yn it Frysk ferplichte ekstraposysje ûndergeane, bedarret *te kommen* yn (17c) rjuchts fan *is* en bliuwt yn it ynfinitykomplement allinnich it bywurd *fuort* benefier.

Haadwurdkloften dy't yn it komplemint fan *nedich* foarkomme, bliuwe ornaris stean, at se ûnbeskaat binne (ferl. (18a)), mar se wurde der troch sa-neamde *scrambling* út ferskood nei in posysje lofts fan *nedich*, at se beskaat binne (ferl. (18b,c)):

- (18) a. Ik wol leane, dat jy, **nedich** [ *t<sub>1</sub>* in goed wiif *t<sub>2</sub>* ] benne [ *v* *e* ]<sub>1</sub>, as jou mem komt to stearten [ *Fr. Hsjfr.* 11 (1857) ]  
b. Hy, wie syn eagen, **nedich** [ *t<sub>1</sub>* *t<sub>2</sub>* *t<sub>3</sub>* ] te halden<sub>2</sub> west [ J. Hepkema, *flagge* 7 (1893) ]  
c. Ik tochte dat jy, t<sub>1</sub>, **nedich** [ *t<sub>1</sub>* *t<sub>2</sub>* *t<sub>3</sub>* ] wieren to brûken<sub>2</sub> [ W. Dykstra, *neef* 34 (ca. 1900) ]

Dat de *nedich*-konstruksje de skaaimerken fan in 'raising'-konstruksje hat, is dúdlik. It ûnderwerp kin bygelyks it ûnderlizzende foarwerp fan in passieve sin wêze. Ferlykje (19), en fansels ek de foarbylden yn (11) mei ellipsis fan *te wurden*:

- (19) a. Dy knapen **binne nedich** ynpakt to **wirden** [ W. Dykstra, *âlespegel* 126 (1908) ]  
b. Dat útmjitten fan Sandra syn forgearre skatten **is nedich** bieminge to **wurden** [ R. Broisma, *Folk fan Fryslân* 53 (1952) ]

Spitigernôch kin it der lykwols net mei ta om te bewizen dat de *nedich*-konstruksje in 'raising'-konstruksje is; sa't wy sjen sille, oppenearje har by de konkurrearjende analyse nammentlik ek de skaaimerken fan 'subject raising'. In oanwizing dat *nedich* in 'raising'-*adjektyf* is en net in *bywurd* lykas yn 'e oare analyse, liket yn it earste oankommen de sin yn (20), dêr't *nedich* koördinearre is mei it eigenskipswurd *jong*:

- (20) Hja **binne** beide yette sa **jong** en sa **nedich** by elkoar to **bluwen** [ M. Miedema, *F.m.n.* 126 (1903) ]

Sa't ik yn § 4.1 noch sjen litte sil, kin dizze sin lykwols ek oars analysearre wurde.

Der binne ek in stikmannich beswieren tsjin in analyse fan *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje as 'raising'-adjektyf. Yn it foarste plak binne 'raising'-adjektiven in tige markearre fenomen; yn 'e Germaanske talen komme se oars allinnich mar yn it Ingelsk foar. It is net alhiel dúdlik wêrom oft it fer-skytsel ta it Ingelsk beheid is (sj. lykwols § 6). Yn alle gefallen soe in 'raising'-adjektyf *nedich* yn it Frysk wat in friemde ein yn 't bit wêze.

Twad is it in bysje fertocht dat njonken de 'raising'-konstruksje mei *nedich* (17a) ek in noch kontôle-konstruksje mei *nedich* (17b) foarkomt.

Ornaris stiet by 'raising'-predikaten in finyt komplemint sûnder raising foar in ynfinyt komplemint mei raising oer (ferl. it Ingelske foarbyld yn (15)).

Tred kin *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje likegoed de eigenskipswurdlike betsjutting 'needsaaklik' as de bywurdlike betsjutting 'driuwend' ha (sj. it besprek yn § 2.2). It earste is fansels wat men ferwachtet, at *nedich* in 'raising'-adjektyf is, it twadde bliuwt by in analyze as 'raising'-adjektyf in riedling.

Fjird is der de ekstrasposysje fan *te*-ynfinitiven yn 'e *nedich*-konstruksje. Ik bin dêr nitskrekt wat licht oerhinne syld, mar dy is net alhiel ûnproblematysk. It is de fraach, oft by in analyze fan *nedich* as 'raising'-adjektyf wol ekstrasposysje fan 'e *te*-ynfinityf yn it komplemint fan *nedich* mooglik is. Ekstrasposysje kriget ornaris syn beslach by in *te*-ynfinityf dy't yn it komplemint fan it matrikstiidwurd stiet, faaks nei 't sa 'n *te*-ynfinityf troch sa-neamde 'Verb Raising' oan it matrikstiidwurd adjungearre is en dêrmei in tiidwurdkloft foarme hat. De *te*-ynfinityf yn it komplemint fan in 'raising'-adjektyf *nedich* soe te djip ynbêde wêze om Verb Raising nei wêze te ûndergean. Om't er dat al docht, koe de analyze fan *nedich* as 'raising'-adjektyf wolris mis wêze.

Fyft is it by in analyze fan *nedich* as 'raising'-adjektyf in probleem, om de *nedich*-konstruksje mei V-ellipsis te ferklearjen. Ik gean der fan út, dat in ynfinyt leech bliuwe kin, at er semantysk identifisearre wurde kin en at er syntaktysk lisinsjearre wurdt troch in modaal haad yn 'e selde sin (yn 'e 'extended projection' fan it tiidwurd), d.w.s. troch in modaal helptiidwurd (sj. foar de struktuer fan modaal helptiidwurd-konstruksjes fierders § 3.2) of yn it Frysk ek troch de komplemintearder *om* mei beskate skaaimerken (ferl. Hoekstra 1997, Hdst. 6):

(21) a.	ModP	b.	CP
	VP	Mod	C
	[ e ] <sub>v</sub>	<i>moatte</i>	<i>om</i>
		<i>hoege</i>	[ e ] <sub>v</sub>
		...	

- (22) a. Hy **moat** betiid op bêd (gean)  
 b. Hy **hoecht** net betiid op bêd (te gean)  
 c. Hy hat der gjin sin oan, **om** betiid op bêd (te gean)  
 d. Hy **skynt** [ betiid op bêd \*(te gean) ]

It sinkomplemint fan 'raising'-predikaten (sj. ek (22d)) befettet gjin ilemint dat in leech tiidwurd lisinsjearje kin, dat sadwaande fynt men yn wenstige

'raising'-konstruksjes nea V-ellipsis. Om'ti yn 'e *nedich*-konstruksje by de bare built V-ellipsis foarkomt, is it tige ûnwierskynlik dat *nedich* yn dy konstruksjy in 'raising'-adjektyf is.

### 3.2 In *gezintald* modaal helpitidwurd *nedich* wêze

Om'ti de *analyse* fan *nedich* as 'raising'-adjektyf fersmitten wurde moat, sille wy in oare nooglikheid besjen, ntl. dat *nedich* in bywurd is, dat tegearre mei *wêze* in madaal helpitidwurd foarmet. At *nedich* in bywurd is, dan is de earste fraach, wêrom oft it yn 'e *nedich*-konstruksje sawol in eigenskipswurdlike betsjutting 'needsaaklik' as in bywurdlike betsjutting 'driuwend' ha kin. It andert op dy fraach is nei myn betinken dat de ûnderskieding fan dy twa betsjuttingen, sa't it WFT dy makket en sa't ik dy oant no ta oanhouden ha, net earlik doocht. Ik soe der op út wolle, dat it eigenskipswurd en bywurd *nedich* mar ien grûnbetsjutting hat, ntl. 'needsaaklik'. Yn dy betsjutting waard it as bywurd, ynearsten grif min ofte mear tautiloegsk, kombinearre mei it modale helpitidwurd *moatte*, dat sels al 'needsaaklik wêze' betsjut (ferl. (23)):

(23) Ik **moat nedich** de kallebak útmjaksje

Om'ti *nedich* lykwols op himsels neat tafoeget wat *moatte* al net útdrukt en dus feitlik oerstallich wêze soe, krijet it in emfatyske betsjutting ('tige needsaaklik' = 'driuwend'). Dy emfatyske betsjutting is lykwols sekûnder en hat it wurd allinnich yn 'e omkrite fan *moatte*. Dat har yn 'e *nedich*-konstruksje beide betsjuttingen, de neutrale en de emfatyske, oppenearje kinne, hinget sûnder mis gear mei it feit dat it tiidwurd *wêze* of de ferbining *wêze + te-yntinlyf* op himsels gjin needsaaklikheidsmodaliteit hat yn it Frysk (ik kom dêr aansen noch op werom), dy krijet er just fan it bywurd *nedich*. Dêrtroch hat *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje yn it foarste plak syn neutrale betsjutting 'needsaaklik'; de emfatyske betsjutting is lykwols sk oan mooglik en wurdt troch de semantyske en formele oerienkomst tusken de *nedich*-konstruksje en it modale helpitidwurd *moatte* ek útlukke.

Streekjuchte evidinsje foar de bywurdstatus fan *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje is net maklik te finen. Faaks jout it neikommende foarbyld lykwols in oanwizing:

(24) Yn sa'n ryk is **nedich** de troan fen iis **to wêzen** [H.G. v.d. Veen, *F.m.n.* 102 (1884)]

It wurd *nedich* stiet hjir op in apart plak, nammentlik tusken de persoansfoarm en it (beskate) ûnderwerp (de 'wenstige' folchoarder is: *Yn sa'n ryk is de troan nedich fan iis te wêzen*). Dat is in plak dêr't in bywurd foarkomme kin (ferl. *Yn ús tûn moat nedich ti gers meand wurde*), mar in eigenskipts-wurd nea (ferl. \**Yn ús tûn wurde grien de beammen*).

Ik nim oan dat de *nedich*-konstruksje út 'en rûgen de struktuer yn (25) hat: it bywurd *nedich* (of winliks de bywurdkloft, sa't de modifikaasjemooglikheden útwise (ferl. (7)) stiet yn in spesifiseardeposysje fan in Mod(ality)P(hrase) (ferl. Cinque 1999). De ModP befettet ornaris de modale helptiidwurden, mar yn it gefal fan 'e *nedich*-konstruksje it tiidwurd *wêze*. It tiidwurd *wêze* is út soarte in defektyf modaal helptiidwurd; it hat fan himsels gjin modale skaaimerken. It moat dêrfoar waarmielrinne by it modale bywurd *nedich* yn 'e spesifiseardeposysje. Troch *Spec-Head-Agreement* wurde de modale skaaimerken fan it bywurd op *wêze* oerdroegen. It tiidwurd *wêze* selektearret in vP/VP (ferl. Chomsky 1995) mei in *te*-ynfinityf.

(25) ModP

AdvP	Mod'	
<i>nedich</i>	vP	Mod
SUBJ	v'	
		<i>wêze</i>
	VP	v
	<i>te V-en</i>	

De struktuer yn (25) is yn prinsipe de struktuer fan 'e modaal helptiidwurdkonstruksje. It ferskil is, foarst, dat it modale helptiidwurd yn 'e *nedich*-konstruksje gearstald is út it modale bywurd *nedich* en it (wat modaliteit oangiet) lege tiidwurd *wêze* en, twad, dat de ynfinityf by de measte modale helptiidwurden in keale ynfinityf I (op  $-e/-\emptyset$ ) is (útsûnderingen binne *hoege* en *doare*).

De *nedich*-konstruksje is in hiel ein hinne te ferlykjen mei in modaal helptiidwurd-konstruksje mei it tiidwurd *moatte*. Dat de *nedich*-konstruksje meastentiids mei it modale helptiidwurd *moatte* parafrazearre wurde kin, sa't ek nochris klearre bliken docht oan in foarbyld lykas (26), seit op himsels net it measte.

(26) Ik **bin** sa **brea-nedich** oan myn wirk. (...) Mem, dy't sa **brea-nedich** oan t' wirk **moat**... [R. Broisma, *S. en R.* 43 (1903)]

Parafraze-arterens is gjin bewiis foar strukturele gelikens. Wy sille boppedat noch sjen, dat de parafraze-arterens ek net altyd hâldt. Der binne lykwols ek strukturele oanwizingen dat de *nedich*-konstruksje in foech modaal helptiid-wurd-konstruksje is.

Wy ha yn 'e foarige paragraaf sjoen dat *nedich* foar 't neist net in 'raising'-adjektyf is, mar dat de *nedich*-konstruksje Iikegoed wol eigenskippen fan in 'subject raising'-konstruksje hat. Dat strykt mei de fêststelling yn 'e resinte literatuer dat (deonysk) modale helptiidwurden lykas *moatte* ek in foech 'raising'-predikaten binne (vgl. Reis 2001). It subjekt fan it VP/VP-komplement wurdt ginnerarre yn 'e spesifiseardersposysje fan 'e VP (sj. (25)) en wurdt ferheft nei in hegere subjektposysje.

De didaktiske strukturele oanwizing dat de *nedich*-konstruksje in modaal helptiidwurd-konstruksje is, is lykwols it feit dat beide V-ellipsisseninsgearje. De typen fan V-ellipsissen, dy't wy yn paragraaf 1 foar de *nedich*-konstruksje besprutsen hawwe, komme hast allegear ek mei it modale helptiidwurd *moatte* foar. Ferlykje:

- (27) a. Ik **moat** op bêd/fuort  
 b. Hy **moat** dea  
 c. Hy **moat** der op 'e noas by  
 d. Der **moat** in ein oan  
 e. Ik **moat** in sigret\*(ha)  
 f. De five **moat** keard

De iennichste útsndering binne gefallen lykas (27e). Ellipsis fan *te hawwen* komt yn 'e *nedich*-konstruksje by 't soad foar (sj. de foarbylden yn (10)), mar ellipsis fan *hawwe* by *moatte* is yn it Frysk ûngrammatikal.<sup>5</sup> Op dat ûnderskie tusken *nedich*-konstruksje en it modale helptiidwurd *moatte* kom ik daliks noch werom.

<sup>5</sup> It Frysk wykt datoangeande ôf fan it Hollânsk dat wol V-ellipsis fan *hebben* by *moatte* talit. Ferlykje:

- (i) a. Ik **moet** een sigaret  
 b. **Moet** je een dreun?  
 c. **Wat moet** je?

Dat hinget griif gear mei it feit dat it modale helptiidwurd *moeten* yn it Hollânsk, mar net yn it Frysk, in beysjutting 'willen' ha kin. De sinnen yn (i) kinne yn it Frysk mei *wolle* (mei V-ellipsis) omstrean wurde (*Ik wol in sigret?* ensh.).

Ik nim oan dat it tiidwurd *wêze*, dat fan himsels gjin leech tiidwurd lisingearje kin, fan it bywurd *nedich* de modale skaaimerken oerkriget, dy't soks mooglik meitsje.

Modale helptiidwurden lykas *moatte* litte ek V-ellipsis fan it tiidwurd *dwaan* ta, dat ik as in útstaving fan it lichte tiidwurd *v* beskôgje (ferl. Hoekstra 2002), en litte dan de pro-VP *it* allinnich benefiter:

- (28) a. Ik<sub>i</sub> moat [<sub>VP</sub> t<sub>i</sub> [<sub>VP</sub> de kattebak útmjuksje ] *v* ]  
b. Ik<sub>i</sub> moat [<sub>VP</sub> t<sub>i</sub> [<sub>VP</sub> it ] (dwaan)]

Sa't it neikommende foarbyld sjen lit, is soks by de *nedich*-konstruksje ek mooglik (al kin men dêr net alhiel útslute dat de twadde sin de idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* befettet ynpleats fan in *nedich*-konstruksje mei V-ellipsis):

- (29) It bern **is** **nedich** nei Jeropa ta. (...) Sa net, **is** har man it net like **nedich**? [N.J. Haisma, *suderkrús* 96 (1947<sup>2</sup>)]

Hoewol't *nedich wêze* yn 'e *nedich*-konstruksje strukturele en semantyske oerienkomsten hat mei *moatte*, binne der ek ferskillen. De *nedich*-konstruksje kin yn fierwei de measte gefallen mei *moatte* omskreaun wurde, mar it omkearde jildt net; *moatte* hat in folle gruttere semantyske earmslach as *nedich wêze*. Lykas alle modale helptiidwurden kin *moatte* sawol in deontyske as in epistemyske betsjutting hawwe. Yn syn epistemysk gebrûk kin *moatte* nea troch in *nedich*-konstruksje werjûn wurde. Ferlykje (30) en (31):

- (30) a. Dat **moat** yn 1956 **west ha**  
b. \*Dat **is nedich** yn 1956 **west te hawwen**  
(31) a. **Moast** se dat no ris tsjin har mem **sizze**!  
b. \***Wie** se dat no ris **nedich** tsjin har mem **te sizzen**!

Mar yn syn deontysk gebrûk kin *moatte* ek net altyd troch in *nedich*-konstruksje út it stee keard wurde. Dat kin allinnich, at *moatte* ekstrasubjektyf brûkt wurdt, d.w.s. at de ferplichting fan bûten it subjekt komt, mar net at it yntراسubjektyf brûkt wurdt, d.w.s. at de ferplichting in ynderlike, geastlike of lichaaamlke driuw is (sjuch foar dy begripen, Bech (1951)):

- (32) a. Ik **moat** dy film **sjen**!  
b. \*Ik **bin** dy film **nedich te sjen**!  
(33) a. Hja **moast** **hoastje**  
b. \*Hja **wie** **nedich te hoastjen**



It sil klearriichheid ha dat dy beheiningen op 'e *nedich*-konstruksje yn 'e semantyk fan *nedich* stykje. It eigenskipswurd/bywurd *nedich* hat in suver deontyske betsjutting en is altyd ekstrasubjektivyf.<sup>6</sup>

Der binne oars ek in pear gefallen dat in *nedich*-konstruksje net mei *moatte* parafrazearre wurde kin. It giet om sinnen mei ellipsis fan *hawwe* en *wêze*. Wy ha al fêststeld dat ellipsis fan *hawwe* by *moatte* ûnmooglik is, at der in foarwerp oerbliuwt (ferl. (27e)). Yn 'e *nedich*-konstruksje komt soks just wihoeflaak foar (ferl. (10)). Ellipsis fan *wêze* (of *komme*) is yn 'e *nedich*-konstruksje ek folle rommer tastien as by *moatte*; sa kinne de foarbylden yn (34) bygelyks net mei *moatte* omskreaun wurde:

- (34) a. Mar Gjal't houde 't er mar op yn, dat er bitere **nodig** thuus **wier**  
[J.H. Halbertsma, *lapekoer II*? (1829)]  
b. Den **wier** der ek **nedich** hwet better tasticht op 'e sedelike wearde  
fen de haden [J. Jouwersma, *soldate-brieven* 4 (1879)]  
c. Hjar jonge hie op de bigraffenis al sjen litten dat der **nedich** in heit  
**wier** om him to bistjuren [D. Hansma, *F.m.n.* 69 (1880)].  
d. Der **wier nedich** in frouminske oer de flter, dy de boel hwet  
oprêdde. [D. Hansma, *Sw.* 35 (1886)]

Sokke ferskillen yn 'e mooglikheden fan V-ellipsis hoege jin lykwols út noch yn gjin nij te dwaan. Der binne datoangende tusken 'e ûnderskate modale helptiidwurden en ek tusken talen ûnderinoar muoi grutte ferskillen. Mei 't *nedich wêze* en *moatte* net folslein synonym binne, sa 't wy sjoen ha, is it gjin wûnder dat se har by V-ellipsis ûngelyk hâlde en drage. De analyse fan 'e *nedich*-konstruksje as in modaal helptiidwurd-konstruksje dogge sokke ferskillen yn alle gefallen gjin ûnderstek.

#### 4 De histoaryske ûntjouwing fan 'e *nedich*-konstruksje

De syngroane analyse fan 'e *nedich*-konstruksje yn 'e foarige paragraaf ropt in stikmannich fragen op, benammen ek oer it ûntstean fan 'e konstruksje. Yn it foarste plak freget men jin ôf hoe 't de nuveraardige symbioaze fan bywurd en tiidwurd yn 'e *nedich*-konstruksje ta stân kommen is en twad woe men minlike graach witte, wêr 't de *te*-ynfûnityf yn dy konstruksje weikomt. Ik bespreek yn it neikommende trije mooglike boarnen fan 'e konstruksje.

<sup>6</sup> *Nedich* drukt frijders in algemiene needsaak út, net in ferplichting dy 't direkte útgiet fan in autoriteit. Sa kin *Hy moast (fan syn heit) de tin omhâlje* ek net troch *Hy wie nedich de tin om te hâlden* út it plak keard wurde, hoewol 't dy sin ynoarder is, at it giet om in algemiene needsaak (bgl. om 't de jirpels yn 'e grûn moatte).

#### 4.1 De modale te-ynfinityf

Dat bywurden oanlutsen wurde troch beskate predikaten, dêrnei ferplichte wurde en op 't lêst bytiden sels yn it predikaat ynkorpoarre wurde, is in ferskynsel dat wol mear foarkomt. Sa hat it tiidwurd *nimme* yn it Frysk, at it mei in DOEL-argument kombinearre wurdt, ferplichte it komitative partikel *mei* by him (ferl. (35a)); yn it Ingelsk dêrfoaroer is in komitative PP mooglik, mar net ferplichte (ferl. (35b)):

- (35) a. Hy **naam** it boek \*(**mei**) nei ûnderen  
b. He **took** the book down (**with him**)

Ta de semantyk fan *nimme* heart it, dat agens en patiens, at der in DOEL-argument is, meiinoar nei dat 'doel' ta geane. Dat lûkt it komitative partikel *mei* oan, dat dêrnei ferplichte wurdt.

Wat ferlykbers sjucht men by de ûntjouwing fan it gearstalde tiidwurdpartikel *werom* (ferl. Hoekstra 1993), dat ûntstien is út it bywurd *wer* en it partikel *om-*: it partikel *om-*, dat omkearing oantsjut, loek in bywurd *wer* oan, dat efterhelling oantsjut, om't omkearing yn guon gefallen efterhelling ymplisearret; *wer* waard ferplichte en waard yn it partikel opnommen. It partikel *werom* kin fannijs (opsjoneel) it bywurd *wer* oanlûke.

- (36) a. A sialidj san (weder) ankimen (Fering-Öömrang)  
*De seelju binne (wer) omkommen*  
'De seelju binne (wer) weromkommen (fan see)'  
b. (*wer*) *om-* > *wer om-* > *werom-* > (*wer*) *werom-*

In tredde foarbyld is it al neamde emfatyske *nedich* by *moatte*. It deontysk modale helptiidwurd *moatte* lûkt it deontyske bywurd *nedich* oan, dat dêrnei in emfatyske funksje kriget.

It is mooglik dat it bywurd *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje oarspronklik ek oanlutsen is troch in predikaat mei in ferlykbere betsjutting. In konstruksje dy't dêrfoar yn 'e benaming komme koe, is de saneamde MODALE TE-YNFINITYF. Ik jou hjir earst in pear Dútske foarbylden, mei't de konstruksje yn it Dútsk wat mear earmslach hat as yn it Frysk:

- (37) a. das Problem **ist zu lösen**  
'It probleem kin/moat oplost wurde'  
b. Die Wissenschaftler **haben** das Problem **zu lösen**  
'De wittenskipslju moatte it probleem oplosse'

De modale *te-ynfinityf* komt foar mei *wêze* en mei *hawwe*. Mei *wêze* hat er in passiv~~e~~ funksje en kin er, yn it Dútsk alreast, likegoed in mooglikheids- as in needsaaklikheidsmodaliteit ha (ferl. (37a)); mei *hawwe* hat er in aktive funksje en allinnich needsaaklikheidsmodaliteit (ferl. (37b)).

Yn it Frysk kin de modale *te-ynfinityf* mei *wêze* einliks allinnich mar mooglikheidsmodaliteit ha en de modale *te-ynfinityf* mei *hawwe* is yn it Frysk wol mooglik, mar net botte gebrûklik:<sup>7</sup>

- (38) b. It boek is **te lêzen** (= kin lêzen wurde/?moat lêzen wurde)  
b. De studinten **hawwe** it boek **te lêzen** (= moatte it boek lêze)

At men **foar** it komôf fan 'e *medich*-konstruksje útgear wol fan in modale *te-ynfinityf* (mei *wêze*), dan binne der fuort twa problemen: (i) De modale *te-ynfinityf* mei *wêze* is passyf, de *medich*-konstruksje aktyf; (ii) de modale *te-ynfinityf* mei *wêze* hat yn it Frysk einliks allinnich mar mooglikheidsmodaliteit, de *medich*-konstruksje needsaaklikheidsmodaliteit. Mei oare wurd: wat de foarm oangiet soe men de *medich*-konstruksje ferlykje wolle mei de modale *te-ynfinityf* mei *wêze*, wat de funksje oanbelanget liket er mear op 'e modale *te-ynfinityf* mei *hawwe*.

It ferskil yn modaliteit is faaks net it grutste probleem. De modale *te-ynfinityf* kin yn prinsipe likegoed mooglikheids- as needsaaklikheidsmodaliteit ha, sa't it Dútsk sjen lit. Dat it Frysk ien mooglikheid net (of net mear) brûkt, kin min offe mear tafallich *wêze*. Faaks is it bywurd *medich* just oanhelle, om dy ynherinte needsaaklikheidsmodaliteit fan 'e *te-ynfinityf* eksplisyt te meitsjen.

Lesliger is it ferskil yn *genus verbi* (wize). Wêrom is de *medich*-konstruksje aktyf, wylst in modale *te-ynfinityf* mei *wêze* passyf is? Faaks hinget dat gear mei de ûntjouwing fan 'e modale *te-ynfinityf* ta de *medich*-konstruksje. Utgangspunt soe *wêze* kinne in modale *te-ynfinityf* mei *wêze* dy't it bywurd *medich* oanlûkt, moolk om de needsaaklikheidsmodaliteit fan 'e modale *te-ynfinityf* te aktivearjen. De folgjende stap is dan dat de modaliteit fan 'e konstruksje hyltyd mear op it bywurd komt te lizzen. Dat is fan dy

<sup>7</sup> Yn âlder Frysk wie de modale *te-ynfinityf* mei *hawwe*, benammen yn kombinaasje mei in negaasje (dus út 'en rûgen yn 'e besjuiting fan *hoegel*) hiemmer as hjoeddedei. Ferlykje de neikommende foarbylden:

- (i) a. Hy wylt, dat er him oer sokke praetsjes net **hat to bikroadsjen** [ONNO, *F.m.n.* 17 (1882)]  
b. Doch néi dat **haw** ik net mear **to freegjen** [H.G. v.d. Veen, *F.m.n.* 146 (1883)]  
c. Mar Jimme **hat** mem net twaris **to roppen** [T.G. v.d. Meulen, *Sw.* 48 (1896)]  
d. Hy scoe 't om neat **ha to litten**, waerd der bijpraet [D.H. Zylstra, *Sw.* 2-3 (1907)]

gefolgen dat de *te*-ynfinityf ta in neutrale ynfinityf wurdt en dat *nedich* tegearre mei *wêze*, dat om samar te sizzen as ferbale drager fan 'e modaliteit fan it bywurd tsjinnert, de funksje fan in modaal helptiidwurd kriget:

(39) **nedich**    **te-V-en**    **wêze**     $\Rightarrow$     **nedich te-V-en wêze**  
 [+mod]    [-+mod]    [-+mod]    [-mod]

Dy ûntjouwing betsjut tagelyk dat de passive modale *te*-ynfinityf mei *wêze* ta in aktive modaal helptiidwurd-konstruksje wurdt. By dy oergong kinne de saneamde ergative tiidwurden de fjoeroansetters west ha; lykas yn passive konstruksjes is it ûnderwerp fan sokke tiidwurden it ûnderlizzend foarwerp, al hawwe se yn 'e modale *te*-ynfinityf gewoanwei *hawwe* by har (ferl. *Do hast te bliuwen/kommen*). De funksjonele oerienkomst mei de modale *te*-ynfinityf mei *hawwe* kin ek meiholpen ha, mar der is in grut syntaktysk ferskil tusken beide konstruksjes: yn de *nedich*-konstruksje sit de modaliteit yn it bywurd *nedich*, yn 'e modale *te*-ynfinityf yn 'e *te*-ynfinityf (ferl. Holl 2001).<sup>8</sup> Dat docht ûnder oaren bliken oan it feit, dat *nedich*, dat mei help fan *wêze* as modaal helptiidwurd funksjonearret, in lege ynfinityf linsinsje kin, wylst *hawwe* yn 'e modale *te*-ynfinityf mei *hawwe* soks net kin:

- (40) a. Hy is *nedich* nei skoalle ta (te gean)  
 b. Hy hat nei skoalle ta \*(te gean)

In oanwizing dat de *nedich*-konstruksje tebekgriet op in modale *te*-ynfinityf is faaks ek de sin yn (20), hjir efterhelle as (41):

(41) Hja **binne** beide yette sa jong en sa **nedich** by elkoar **to bliuwen** [M. Miedema, *F.m.n.* 126 (1903)]

Ik ha dy sin yn paragraaf 3.1 bybrocht as in mooglike oanwizing dat *nedich* in ('raising'-)adjektyf is. At *nedich* lykwols in bywurd is, dêr't ik hjir op út wol, dan soe er ek in oanwizing wêze kinne foar it eigenskipswurdlike aard fan 'e *te*-ynfinityf yn (41). It is bekend dat modale *te*-ynfinitiven as eigenskipswurden brûkt wurde kinne. Ferlykje (42):

<sup>8</sup> Men komt inkeldris sinnen tsjin dy't derút sjugge as in mjuksfoarm fan 'e *nedich*-konstruksje en de modale *te*-ynfinityf mei *hawwe* (en faaks ek noch de idiomatyske ferbining *eat nedich hawwe*):

- (i) Sa dwaende krige er njunkelytsen kennis fen al dy saken, dy in handelsman **nedich hat to witen** [S.K. Feitsma, *Sw.* 13 (1879)]  
 (ii) Sa folle as se efkes lîm **nedich hie treastige to wïrden**, koe se nou treast meidiele [T.G. v.d. Meulen, *fen* 39 (1860)]

(42) it net/ampert/slim te lêzen(e) boek

Hja kinne attributyf by in haadward brûkt wurde, kinne modifisearre wurde fan bywurden en kinne sels blygd wurde as eigenskipswurden. De sin yn (41) soe no krekt de oergong fan modale *re-ynfinityf nei nedich*-konstruksje sjen litte kinne. De *re-ynfinityf* is dêr noch in modale *re-ynfinityf*, dy't eigenskipswurdlik brûkt wurde kin en sadwaande mei it eigenskipswurd *jong* koördinearre wurde kin. Hy hat lykwols al it bywurd *nedich* oanhelle en kin mei it ergative tiidwurd *bliuwe* aktyf ynterprearre wurde.

De ôfheding fan 'e *nedich*-konstruksje út in modale *re-ynfinityf* mei *wêze* is net sûnder heakken en oezen. Yn it foarste plak is it net dúdlik oft in ûntjouwing sa't ik dy hjir teoretysk útnoarsel ha, yn 'e praktyk fan 'e taalferoaring wol syn beslach krije kinne soe. Boppedat is der kwalik diagrame evidinsje dat in modale *re-ynfinityf* mei needsaklikheidsmodaliteit, dy't it útgongspunt fan 'e analyse *wêze* moatte soe, yn it Frysk ea bestien hat. Lit ús dêrom nochris twa oare mooglike boarnen fan 'e *nedich*-konstruksje besjen.

#### 4.2 De idiomatyske ferbining ear nedich wêze

Yn 'e ynlieding haw ik derop wiisd dat Zeyl yn syn stikje yn *De Pompebledden* de twa foarbylden fan 'e *nedich*-konstruksje mei ellipsis fan *te hawwen* dy't er bybringt (sj. (3)), sa't it liket lykslacht of yn alle gefallen yn ferbân bringet mei de idiomatyske ferbining *ear nedich wêze*. It is dúdlik dat dy konstruksjes syngroan útnoar holden wurde moatte, allinnich al fanwegen it plak fan it ûnbekate foarwerp: rjuchts fan *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje, lofts fan *nedich* yn it taaleigen *ear nedich wêze*. Lykwols soe men jin ôffreegje kinne oft der histoarysk dochs net in relaasje tusken beide konstruksjes is.

Alderearst soe men yn jin omgean litte kinne, oft de *nedich*-konstruksje net út 'e idiomatyske ferbining *ear nedich wêze* ûnstien is. De basis dêrfoar soenen dan sinnen lykas yn (43) *wêze* kinne, dêr't de idiomatyske ferbining folge wurdt troch in efteropsette finale bywurdlike *re-ynfinityf*:

(43) Ik bin dat nedich, (nl.) te brûken / ?te witten ...

Yn sokke sinnen soe de bywurdlike *re-ynfinityf* dan as part fan it predikaat fan 'e sin weranalysearre *wêze* kinne, wat dan sokke *nedich*-konstruksjes lykas yn (44) opsmite soe:

(44) a. Hy is 't jild **nedich to brûken** [*Bijek*: 66 (1873)]

- b. Hy (begoun) to tinken, det Betsje, dy't er wist, det him ek ljeaf hie, it **nedich wie te witten** [J.P. Asman, *Sw.* 67-68 (1894)]

Ut sokke sinnen wei soe de konstruksje dan wreide hawwe kinne nei oare tiidwurden.

Botte wierskynlik is dy ûntjouwing lykwols net: it tal tiidwurden dat semantysk wat linich mei de idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* yn in bywurdljike *te-ynfinityf* kombinearre wurde kinne, is sa beheind, dat it tige de fraach is, oft sinnen lykas yn (43) ta it ûntstean fan 'e *nedich*-konstruksje liede koenen.

Men soe dan ek noch it omkearde yn omtinken nimme kinne, nammentlik dat it taaleigen *eat nedich wêze* út 'e *nedich*-konstruksje ûntstien is. De idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* stiet njonken de wenstigerre, lykbe-tsjuttende ferbining *eat nedich hawwe*. It njonkeninoar bestean fan dy twa ferbiningen is op syn minst opfallend en men soe jûn ôffreegje kinne, oft it foarkommen fan *eat nedich wêze* yn it Frysk net wat te krijen hat mei it foarkommen fan 'e *nedich*-konstruksje. Men soe jûn foarstelle kinne dat *eat nedich wêze* ûntstien is as in foech mjuksfoarm fan *eat nedich hawwe* en de *nedich*-konstruksje mei ellipsis fan *te hawwen*.<sup>9</sup>

Dat kin lykwols net goed wêze. De ferbining *eat nedich wêze* komt ek bûten it Frysk foar yn dialekten dy't (better net te witten) gjin *nedich*-konstruksje hawwe. Ter Laan (1929, s.v. *neudeg*) jout him bygelyks foar it Grinslânsk:

- (45) *Neudeg weezje* = nodig hebben. *Zai was slim hulp neudeg; hai is altied veul gêld neudeg.*

Ik soe der dêrom leaver op út wolle dat de idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* ûntstien is as in mjuksfoarm fan *eat nedich hawwe* en *nedich wêze*:

- (46) **it is nedich (foar har) x hja hat it nedich** ⇒ **hja is it nedich**

At dat strykt, dan soe der gjin inkel direkt ferbân wêze tusken *eat nedich wêze* en de *nedich*-konstruksje; beide binne ûnôffthinklik faninoar ûnstien.

#### 4.3 Syntaktyske mjuksfoarming

<sup>9</sup> Betink dat sinnen lykas *Ik bin dat / dy hammer nedich* teoretysk ambigû wêze kinne tusken in idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* en in *nedich*-konstruksje mei V-ellipsis (fan *te hawwen*); in beskaat objekt stiet ommers yn 'e *nedich*-konstruksje troch scrambling ek lofts fan *nedich* (ferl. (18)).

Hoewol't de idiomatyske ferbining *eat nedich wêze* dus net de boarne fan 'e *nedich-kon*truksje is, soe men yn jin omgean litte kinne, oft de *nedich-konstruksje* *me* krekt lykas de idiomatyske ferbining troch in foech mjuksoarming ûntstien is: Ferlykje:

(47) **it is nedich (foar him), wat te dwaan** x **it is nedich, dat er wat docht** ⇒ **hy is nedich wat te dwaan**

Syntaktyске mjuksoarmingjen, dêr't it subjekt fan 'e bysin yn 'e haadsin behelle wurdt, komme wol gauris foar. Ferlykje bygelyks de neikommende sinnen:

- (48) a. Je het mennigmiel west, dat ze nin jild omme hannen hie [Aagtie Ibsbrands, s. 20, r. 33-34]  
b. Wy hadde in tiid lang wêst, den wieren wy sneintojouns ús eigen his en tiid gjin master [M. Miedema, *S. en R.* 3 (1898)]  
c. Hy is wolris, dat er moandeis wat letter komt

In sin lykas (48c) sil troch prolepsis fan it subjekt ûntstien wêze út *It is wolris, dat er moandeis wat letter komt*, faaks bemoongen mei *Hy hat it wolris, dat er moandeis wat letter komt*.<sup>10</sup>

Ferlykbere gefallen fynt men yn (49):

- (49) a. Mar de borgery krige him in de rekken, hwet man er wie [Fr. Hffj. 51 (1866)]  
b. It wier den ek aeklik dy man te hearren ho't er him oanstelde [W.J. Kooistra, *Fen 't iene úterste yn 't oare* 73 (1916)]  
c. Hy scoe den yn de tiid nei ús fernimme hwa wy wieren [W. Venema, *Oanteikingen út myn libben* 31 (1988)]  
d. Hy hat my frege nei in stikmennich minsken oft dy noch libben en sa [R. v.d. Velde, *Pake Stryse* 37 (198.)]

<sup>10</sup> Ferlykje ek Ter Laan (1953, 161) oer ferlykbere sinnen yn it Grinslânsk:

Heel merkwaardig is de bouw van zinnen als:

*Hat is wel, dat e sesteig gullen in de week verdaint.*

Deze vorm komt nog meer voor in de voltooidde tijd:

*'t het wel west, dat ze gain brood in hoes haren.*

Ook aldus:

*hai het wel west, dat e gain brood in hoes haar.* En ook: *hai het wel west, hai haar gain brood in hoes.*

En ek yn 'e neikommende sinnen, dêr't yn haadwurdkloften mei in betreklike bysin in proleptysk besittlik foarnamwurd ynstee fan it beskaat lidwurd ferskynt:<sup>11</sup>

- (50) a. Ick sil oerboardigh stean, om uwt myn Psalmen dy 'k jiette hab (...)  
uwt to schiften dy 'er nolckst to befuwne wirde [Gysbert Japik,  
*brief IV*, r. 20-23]  
b. Dan wie dyn heit myn bêste frjeon dy't ik hie [*S. en R.* 259 (1890)]  
c. Syn earste man, dy't er ophinge, wier foroardield troch rjuchter  
Parker yn 1872 [C.H., *S. en R.* 15 (1899)]  
d. It scoe syn earste kear wêze dat er in faem rinne liet [G. Burgy,  
*ffoer 71* (1942)]

It giet yn (48), (49) en (50) om typyske sprektaaluteringen dy't men yn 'e earste opslach beskôgje kinne soe as 'performânsjeflaters': yn 'e faasje fan it petear en yn in oanstried om it wichtichste earst te sizzen wurde twa konstruksjes trochinoar griemd. Bytiden kinne sokke mjuksfoarmingen har lykwols sette, d.w.s. struktureel ynpast en sadwaande part fan 'e kompetinsje wurde. Men soe úthâlde kinne dat soks ek mei de *nedich*-konstruksje bard is. Untstien as mjuksfoarmingen fan *it is nedich* + *te*-ynfinityf en *it is nedich* + *dat*-sin binne sinnen lykas *Hy is nedich wat te dwaan* dan analysearre as in 'raising'-konstruksje mei in gearstald modaal helptiidwurd *nedich wêze*. Dizze ferklearring foar it ûntstean fan 'e *nedich*-konstruksje liket my yn earsten de meast oannimlike ta.

## 5 *Nedich yn it Sienusk*

Ta beslút wol ik in stikmannich data te praat bringe, dy't sjen litte dat de *nedich*-konstruksje en besibbe konstruksjes ek yn oare talen en dialekten as it Frysk foarkomme.

Neffens Marco Evenhuis (pers. meid.) bestie(t) de *nedich*-konstruksje ek yn it Sienusk, bygelyks yn in sin lykas

- (51) De guus **waere nôdig** naer 'uus **te gaen**, anders zoue ze te laete weze  
vo den eten  
'De bern wienen nedich nei hûs ta te gean, oars soenen se te let wêze  
foar it iten'

<sup>11</sup> Foar it selde ferskysel yn haadwurdkloften mei in bywurdljike ferhâldingswurdkloft, ferylkje:

(i) Myn yl yn 'e hannen wier oars fol barsten [W.J.K., *S. en R.* 292 (1905)]



Evenhuis jout ek foarbylden mei V-ellipsis fan *te hawwen*. Dêr is yn it Sjeusk lykwols wat aparts bard. Sa't it liket ha de Sjeuskspraters wat in skalk each hân op in keale haadwurdkloft efter *nedich*. Hja ha sokke sinnen op in stuit net mear ynterprearre as gefallen fan V-ellipsis en ha, om it spul struktureel te ripperearjen, in ferhâldingswurd foar it objekt set, nammentlik *an* (faaks mei net analogy fan 'e idiomatyske ferbining *earne oan ta wêze*); ferhâldingswurdkloften kinne wol lofts fan it predikaat stean:

(52) a. Da dek is **nôdig an** pannen

'Dat dak is nedich pannen'

b. Buure Jannie is **nôdig an** een nieuw wasmaschien

'Buorfrou Jannie is nedich in nije wasmasjine'

In nijsgjirrich foarbyld fan it oparbeidzjen fan modale *te*-ynfinityf en it bywurd *nedich* jouwe in sitkmannich Sjeuske data, dy't ik hjir ta beslút noch bybringje wol, hoewol't it my net alhiel dúdlik is, hoe't se analysearre wurde moatte. It Sjeusk makket mear as it Standert-Hollânsk gebûk fan 'e modale *te*-ynfinityf mei *hawwe*, benammen yn kombinaasje mei in negaasje (sj. noat 7 foar itselde ferskynsel yn it âldere Frysk). Ferlykje:

(53) Mâ 't grôote voordeel was, j' **ôâ** 't nie mi in de pit uut **te** spoelen

[v.d. Broecke-De Man & Franke 1987, 206]

'Mar it gruisie foardiel wie, men hoegde net mear yn 'e put út te spielen'

Wy ha al sjoen dat V-ellipsis fan 'e *te*-ynfinityf, oars as by it modale help-tiidwurd *hoegde*, by in modale *te*-ynfinityf mei *hawwe* net mooglik is (ferl. (40)). Der is yn it Sjeusk lykwols in konstruksje dy't soks sa't it liket omstie kin. It giet om gefallen lykas yn (54):

(54) a. J' **ôâ** t'r de deure nie fô uut **nôddug**, je kon 't oal tuus doe (ibid. 204)

'Men hoegde der de doar net foar út, men koe it allegear thus dwaan'

b. 't was wërrem en j' **ôâ** d'r hlad nie uut **nôddug**, j' ôâ oalles an hōörd! (ibid. 98)

'It wie waarm en men hoegde der hielendal net út, men hie alles oan board'

It liket derop, as is hjir it bywurd *nedich* oanhelle om it weilitten fan 'e modale *te*-ynfinityf mooglik te meitsjen. Tige yntrigearend is lykwols de polysje fan *nedich*; dat stiet net op it plak dêr't men in bywurd ferwachtsje soe

(nei de negaasje), mar hielendal oan 'e ein fan 'e sin op it plak dêr't it foaropsette bûgde tiidwurd weikomt of dat fan 'e weilitten *te*-ynfinityf. It is net liker, as lisinsjearret it bywurd *nedich* op it einichste plak fan 'e sin hjirre de ellipsis fan 'e modale *te*-ynfinityf. Om soks fêst te stellen moat de Steuske konstruksje lykwols better ûndersocht wurde en dêrta is der ferlet fan mear data as oft ik op dit stuit ta myn foldwaan ha.

## 6 Einbeslút

Ut dit ûndersyk nei de *nedich*-konstruksje yn it Frysk soe ik de neikommende, foar in part foarriedige, konklúzjes lûke wolle:

- It eigenskipswurd/bywurd *nedich* yn 'e *nedich*-konstruksje kin likegoed in neutrale betsjutting 'needsaaklik' as in emfatysken ien 'driuwend' ha.
- De *nedich*-konstruksje yn it Frysk moat syngroan analysearre wurde as in modaal helptiidwurd-konstruksje. It modale helptiidwurd is yn dit gefal lykwols net in inkeld leksikaal ilemint, mar in ferbining fan in semantysk min ofte mear leech tiidwurd *wêze* en it bywurd *nedich*, dat foar de semantyske, d.w.s. modale, ynhâld ret.
- De *nedich*-konstruksje wykt semantysk en syntaktysk yn guon dingen ôf fan 'e modaal helptiidwurd-konstruksje mei *moatte*.
- Diagroan is de *nedich*-konstruksje yn it hjoeddeiske Frysk foar 't neist ûntstien út mjuksfoarmingen fan *it is nedich* + *te*-ynfinityf en *it is nedich* + *dat*-sin.

It bliuwt lykwols dreech en fyn spikerhurde evidinsje foar guon fan dy konklúzjes yn it histoaryske materiaal. Hoewol't myn ûndersyk basearre is op in muoi grutte materiaalsamling, kin elk nij fynplak fan 'e *nedich*-konstruksje yn it Frysk noch nije oanwizingen oer it gebrûk, de syngroane struktuer en de histoaryske ûntjouwing fan 'e ferbining jaan. Myn konklúzjes sille sekuer hifke wurde moatte oan 'e hân fan alle data dy't wy ta ús foldwaan ha. Dêrby sil ek nei besibbe konstruksjes sjoen wurde moatte. Ik haw yn 'e literatuer bygelyks ien (tafállich?) foarbyld fûn fan in '*better*-konstruksje', ntl. (51a), dat mei it modale helptiidwurd *kinne* parafrazearre wurde kin as yn (51b):<sup>12</sup>

<sup>12</sup> In (like tafállich?) foarbyld fan sa'n *better*-konstruksje jout it neikommende sprekewurd yn it Öömrang, it Noardfyske dialekt fan it eilân Amrum:

(1) *Hi as bêder Hiath uftumeeden, üüs Halm tu plântin, dan hi sirâlt fân Dün tu Dün, er kann besser Heide abmessen, als Halm zu pflanzen, denn er schreitet von Düne zu Düne [Mechl., sprüchw. 763].*

- (51) a. ... wol fornammentlik dêrom, dat er in it brûsjе tiid dat wy hier op  
ierde benne, mar al to folle spritsen wirdi, dat **better** wier bynfter  
to bliuen [*Fr. Hsfry. 162 (1859)*]  
b. ... dat better benetterbliuwe koe

De Sieus **Ke**data, dy't i ik hjir op it aljemint brocht haw, litte ferwachsjе dat konstruksjys dy't mei de Fryske *nedich*-konstruksjе te ferlykjen binne, ek noch yn **oare** talen en dialekten foarkomme. Foar de krekte analyse fan 'e *nedich*-konstruksjе yn it Frysk soenen sokke eksterne data in soad fertuten dwaan kinne.

Ta bes **I**ú noch in koarte opmerking oer de sameamde 'raising'-adjektiven yn it Ingelsk. At men *nedich wêze* yn it Frysk as in gearstald modaal helptiidwurd analysearje kin, dan soe men jin ôffreegje kinne, oft men iselde net dwaan kinne soe mei de Ingelske 'raising'-adjektiven, mei oare wurden: It Ingelsk soe dan gjin 'raising'-adjektiven lykas *likely, certain*, ensfh. hawwe, mar gearstalde modale helptiidwurd en lykas *to be likely, to be certain*, ensfh. Dat sokke gearstalde modale helptiidwurd en yn it Ingelsk mear foarkomme as yn 'e oare Germaanske talen hinget gear mei it feit dat de oarspronklike modale helptiidwurd en (*must, can*, ensfh.) yn it Ingelsk defektive ynfleksjonele fleminten wurden binne. Der is yn it Ingelsk yn 't ginneraal in oanstriid en foarmje nije perifrasyke modale helptiidwurd en, ferl. *to be allowed, to be able, to be willing*. Yn it Ingelsk is it in toer om struktureel tusken 'raising'-adjektyf en gearstald modaal helptiidwurd te ûnderskieden. It úsûnderlike gearstalde modale helptiidwurd *nedich wêze* yn 'e *nedich*-konstruksjе yn it Frysk jout faaks in nijsgjirrige oanwizing foar de krekte analyse fan de Ingelske gefallen.

## Literatuur

Bech (1951)

*Grundzüge der semantischen Entwicklungsgeschichte der hochdeutschen Modalverba*. Det Kongelige Danske Videnskabernes Selskab, Dan. Hist. Filol. Medd. 32, no. 6; ‘Sprüchwörter’. Munksgaard, Kopenhagen.  
Broecke-de Man, E.J. van den & A. Franke (1987)  
*Dialect op Walcheren*. Zeeuwse Vereniging voor Dialectonderzoek, Vlissingen.

Brouwer, Jelle H. (bes.) (1954)

*It libben fen Aagtje IIsbrants of dy Frieske Boerinne*. Magnus-rije 7. Osinga, Boalsert.

Brouwer, Jelle H. (bes.) (1963)

*De Burkerij of It Boere bedrief*. Magnus-rije 10. Osinga, Boalsert.

Chomsky, Noam (1995)

*The Minimalist Program*. MIT Press, Cambridge MA.

Cinque, Guglielmo (1999)

*Adverbs and Functional Heads: A Cross-Linguistic Perspective*. Oxford University Press, New York.

Dyk, Siebren & Jarich Hoekstra (bes.) (1987)

*Ta de Fryske syntaksis*. Fryske Akademy, Ljouwert.

Haan, Germen J. de (1987)

‘De syntacticus als frisiert’, yn: Dyk & Hoekstra (1987), ss. 57-80.

Hoekstra, Jarich (1989)

‘A note on the typology of *te*-infinitives in Frisian’, yn: *NOWELE* 14, ss. 19-51. (Ek yn: Hoekstra (1997))

Hoekstra, Jarich (1993)

‘Omkearing en efterhelling: ta de partikels *wetom* en *wer*’, yn: *Us Wurk* 42, ss. 85-102.

Hoekstra, Jarich (1997)

*The syntax of infinitives in Frisian*. Fryske Akademy, Ljouwert.

Hoekstra, Jarich (2002)

*Causal WHAT-questions and the light verb DO in Frisian*. Ms. Nordisches Institut/Fach Friesische Philologie, Christian-Albrechts-Universität, Kiel.

Holl, Daniel (2001)

‘Was ist modal an Modalen Infinitiven?’, yn: Müller & Reis (2001), ss. 217- 238.

Laan, K. ter (1929)

*Nieuw Groninger Woordenboek*. Wolters, Groningen/Den Haag.

Laan, K. ter (1953)

*Proeve van een Groninger Spraakkunst*. Van der Veen, Winschoten.

- Mechl., *Spüchuw* = 'sprüchwörter in der Amrumischen Mundart, aufgezeichnet von Lorenz Friedrich Marstrand Mechtenburg (1799-1875)'. Mitgeteilt von Reinhard Jannen. *Nordfriesisches Jahrbuch* 35 (1999), ss. 77-206.
- Müller, **Reinar** & Marga Reis (bes.) (2001)  
*Modalität und Modalverben im Deutschen*. Linguistische Berichte, Sonderheft 9. Buske, Hamburg.
- Reis, **Marga** (2001)  
'Bildern Modalverben im Deutschen eine syntaktische Klasse?' yn: Müller & Reis (2001), ss. 287-318.
- WFT = *Mundboek fan 'e Fryske Taal*. Fryske Akademy, Ljouwert (1984--).



# Patroalen yn ferlytingsnammen<sup>1</sup>

*Willem Visser (Fryske Akademy)*

## Ynliederend

Der binne *e*-spelsjes persoannammen dy't mei-inoar gearhingje, bygelyks it neikommande rjochje<sup>2</sup>:

(1) *Lolle* (m), *Lolke* (m), *Loltsje* (f), *Lolkje* (f), *Lolktsje* (f)

De manljusnamme *Lolle* is de basis, dêr't de oare nammen mei ferlytings-suffixen fan ôflaat binne. Sokke persoannammen mei ferlytingsuffixen sil ik hjir as ferlytingsnammen beneame.<sup>3</sup>

Fryslân rint der yn it Nederlânske nammelânskip út, meidat ferlytingsnammen yn it Frysk net allinnich foar froulju, mar ek foar manlju brûkt wurde kinne (Gerritzen (1999:208-209, 211; 2001b:182)). Sa is *Lolke* in manljusnamme, wylst *Loltsje*, *Lolkje* en *Lolktsje* frouljusnammen binne. Fryskpraters witte yn 'e regel presys, oft der mei in ferlytingsnamme in mannske of in froumske oantsjut wurdt, dat dêr moat in beskate systematyk yn sitte. Yn dit stik wol ik in begjin meitsje mei it neigean fan watfoar patroanen oft der op dit stik fan saken binne, mei oare wurden, mei it neigean fan hoe't it Frysk hjir 'yninoar sit'. Dêrby kies ik foar in syngraan perspektyf, d.w.s. ik wol neigean wat de hjoeddeistige systematyk is, sûnder dat ik dy yn syn ûnstean ferklearje wol.

Ferlytingsnammen binne om oare reden oars ek nijsgjirich genôch. Alderearst hat men yn sokken it ferskynsel fan 'e dûbele ferlytsing, lykas yn *Lolkje* en *Lolktsje*:

(2) *Lolkje*: *Lolle++ke++je*

*Loktsje*: *Lolle++ke++tsje*

Yn *Lolkje* en *Loktsje* hat men twa ferlytingsuffixen efter inoar. By ferlytsing fan haadwurden komt dat net foar.

<sup>1</sup> Hjirby wol ik Siebren Dyk, Karel Gildemacher, Jarich Hoekstra en de redaksje fan dizze bondel tank sizze foar it kommentaar op eardere ferzjes fan dit stik.

<sup>2</sup> 'F en 'm steane foar 'frouljusnamme' en 'manljusnamme'.

<sup>3</sup> Yn §1.1.1 hjirnei sil ik neigean, oft wiere ferlytsing fan persoannammen wol mooglik is.

Troch ferlytingsnammen krijt men, yn it twadde plak, sicht op it eardere ferlyttingssysteem yn it Frysk: wylst *Lolke* en *Nynke* jin as gewoane nammen oankomme, binne de ferlyttingswurden *holke* en *hanke* ferâldere en dêrmei ûngewoan wurden (neidat se nei alle gedachten earst in hoart allinnich mar mear tsjin bern brûkt binne).

Ferlytting fan persoansnammen moat dus wat oars wêze as ferlytting fan haadwurden. Mar wat binne dan krekt de oerienkomsten en ferskillen tusken dy dwa? Dêr wol ik it yn §1 earst oer hawwe. Yn §2 komme dan de patroanen yn ferlyttingsnammen op it algemint, wylst der yn §3 mei in pear einslutende opmerkingen in ein oan dit stik komt.

## **1 Ferlytting fan haadwurden en fan persoansnammen: oerienkomsten en ferskillen**

Yn dizze paragraaf wol ik neigean wat de oerienkomsten en ferskillen tusken ferlytting fan haadwurden en fan persoansnammen binne. Yn §1.1 komt it funksjonele aspekt fan 'e saak op it algemint, yn §1.2 de foarmkant.

### *1.1 It ferskil yn funksje tusken haadwurden en persoansnammen en de gefolgen foar ferlytting*

Al wurde persoansnammen ta de haadwurden rekkene, op grûn fan har spesifike funksje hawwe se binnen dy klasse fan taaleleminten in hiel eigen plak. Yn §1.1.1 wol ik dêr earst yn syn algemienens wat oer sizze. Dêrnei komme de gefolgen fan dy spesifike funksje foar ferlytting oan 'e oarder: it bestean bliuwen fan 'e neffens de hjoeddeistige systematyk ferâldere ferlyttingsnammen (§1.1.2) en de spesifike kar fan it lidwurd by ferlyttingsnammen, wannear't dy net unyk identifisearjend brûkt wurde (§1.1.3).

#### *1.1.1 Haadwurden en persoansnammen: beneame versus identifisearje*

Haadwurden wurde benammen brûkt om nei saken yn 'e werklikheid te ferwizen, oars sein, om dy saken te beneamen. Der wurdt dêrby net streekrjocht ferwiisd. In haadwurd ferwiist yn earste ynstânsje nei it abstrakte konsept fan in saak en yndirekt nei de konkrete ynstansjaasjes fan dat konsept yn 'e werklikheid. Wannear't ten fertelt dat er in nije fyts kocht hat, wit it omsitend laach fuort wêr't dêr sa likernôch mei op doeld wurdt, want elk hat it konsept 'fyts' yn 'e holle. De konkrete ynfolling fan dat lêste kin nei ferwiennen wurde: is it in racefyts, in beppe-fyts, in roeifyts, ensfh. Dy ferwi-



zing nei in konsept wurdt de leksikaal-konseptuele betsjutting fan in haadwurd neamd.

De wichtichste funksje fan in namme is net it ferwizen nei in abstrakt konsept, mar it identifisearjen fan ien konkrete, yn 'e kontekst bekende entiteit yn 'e werklikheid (ferlykje Gerritzen (2001a)).<sup>4</sup> In namme hat dan ek gjin leksikaal-konseptuele betsjutting. Wannear't der frege wurdt wat dy-en-dy namme no winlken 'besjurt', dan kin men fansels wol wat sizze oer de betsjutting fan 'e haadwurden dy't yn histoarysk-etymologyske sin ûnder dy namme lizze, mar dy jouwe de namme noch gjin syngroane betsjutting.

Dat ferskil yn funksje hat gefolgen foar ferlysing. In ferlysingswurd hat in fêste konposysjonele, leksikaal-konseptuele betsjutting: lyts haadwurd.<sup>5</sup> Wiere ferlysingswurdoarming kin allinnich op basis fan telbere haadwurden. Dat leit neffens Hoekstra (1998:83) yn 'e reden, "want in ferlysingswurd ferwiist nei in lyts eksimplaar fan itselde dat troch it grûnwurd beneamd wurdt; soks is allinnich mooglik at der mear as ien eksimplaar te ûnderskieden is". Wannear't net-telbere haadwurden ferlyse wurde, lykas yn *arkje*, *gerke*, *krytsje* en *swilkye*, hat men te krijen mei singulatyfoarming, d.w.s. mei it telber meisjen fan in net-telber haadwurd. De betsjutting fan sokke ferlysingswurden is net 'lyts haadwurd', mar 'ienheid fan haadwurd' (Hoekstra (1986:145)), al is der wol de konnotaasje fan lytsens.

Mei in persoansnamme wurdt in persoan identifisearre. Meidat sa'n namme op in yndividu tapast wurdt, heart er ta in spesifyk slach net-telbere haadwurden. Ferlysingnammen kinne dan ek net primêr de betsjutting 'lyts persoan mei dizze namme' hawwe.<sup>6</sup>

Oarspronklik fungearren ferlysingnammen as flaanammen, dat it wie om 'e konnotaasje fan leavens, tearens en ynlkheid te rêden. Persoansnammen kinne fansels noch wol sokke konnotative ferlysing ûndergean. Ik jou dêr yn (3) in pear foarbylden fan (myn skeanprint):

- (3) Ey *Memke* zis der hette folle fân (Feitsma (1955: side 6, rigel 14))  
Mijn *arme Waatzke* (Feitsma (1955: side 8, rigel 20))  
No is *Pieterke* útpeopt (taskreaun oan Piter Jelles)

<sup>4</sup> Troch se mei in grutte letter te stavertjen wurde nammen yn 'e skreaune taal apart set.

<sup>5</sup> Guon ferlysingswurden hawwe in spesifike betsjutting krigen en binne sa leksikalisearre, bygelyks *karke* 'ynvaldewinstje', *benanke* 'strlk' en *húske* 'toilet'. It betsjuttungsaspekt 'lyts' kin dan frijwat op 'e eftergrûn reitsje. Sa kin men bêst sizze *Wat hawwe jin hjir in grut húske*. Der binne ek moai wat ferlysingswurden sûnder syngroan grûnwurd, dy't dêrom ek leksikalisearre binne; it giet om gefallen lykas *tauke*, *ynsjie* en *krookje*.

<sup>6</sup> In persoansnamme lit him wol kombinearje mei it eigenskipswurd *lyts*, lykas yn *lytse Lotke* en *lytse Lolkje*. Yn dizze kontekst slacht *lyts* net sa lyk op lingte, mar mear op âldens (sjoch WFT, s.v. *lyts*, skift 3).

*Pibe* wurdt *Pibeke* (gjin *Piipke/Pypke*), *Âlle* wurdt *Âlleke* (gjin *Âltsje*), *Jan* wurdt *Janke* (mei [ɔ]) (en gjin *Jantsje*) (Hoekema (1965:63, noat 1))

Sokke ferlytsingsnammen kinne it bêste mei in eigenskipswurd as *leaf* en *bêst* omskreaun wurde: *memke* en *Piterke* betsjutte safolle as 'leave mem' en 'bêste Piter'.<sup>7</sup>

Earder hie in ferlytsingswurd itselde grammatikale slachte as de net-ferlytse wjergader, it systeem fan ferlytsing wie transparant (Hofmann (1961)). Ferlytsing fan persoansnammen moat dan ek in transparant proses west hawwe. Gerritzen (1999:208-209) wiist derop, dat de Germaanske ferlytsingsnammen foar froulju en manlju brûkt waarden, mar dat ferlytsingsnammen foar manlju yn it Nederlânsk yn de midsieuwen hieltyd mear mijd waarden en sa wei wurden binne. Ferlytsing fan persoansnammen koe doe maklik omynterprearre wurde as in middel om frouljusnammen ôf te liden en sa ek produktyf wurde. Gildemacher (1995:143, noat 30) suggerearet dat it ferlet fan it foarmjen fan frouljusnammen mei ferlytsingsuffixken yn it Frysk op rekken skreaun wurde moat fan it hieltyd fierder ynkoartsjen (ôfsliten) fan 'e manljusnammen. Mar dat kin it hiele ferhaal net wêze, want ferlytsingsnammen binne yn it Frysk net oan frouljusnammen bûn, al binne der wol (folle) mear ferlytsingsnammen foar froulju as foar manlju. Der wie sa't it liket ek ferlet fan in moai ienfâldich wurdfoarmingsprosedee om fan in namme in dêrmei gearhingjende nije namme te meitsjen en sa de namme-foarried (systematysk) út te wreidzjen.

### 1.1.2 It bestean bliuwen fan 'e âlde ferlytsingsnammen

De distribúsje fan 'e ferlytsingsuffixken is yn 'e rin fan 'e tiid feroare en de neffens de âlde systematyk foarme ferlytsingswurden binne weiwurden. De ferlytsingsnammen dy't neffens dyselde âlde systematyk foarme binne, binne lykwols fleurich bestean bleaun. Dat komt omdat it persoansnammen op harsels wurden binne. Winkler (1898) hat it yn dat ferbân oer "gejikte nammen". In 'itige namme' hâldt de foarm dy't er hat. In 'itige' ferlytsingsnamme koe op syn bar wer it útgongspunt foar in nije ferlytsingsnamme wêze. Sa binne de rigen mei-inoar gearhingjende nammen Lykas yn (1) ûntstien.

<sup>7</sup> *Piterke*, *Pibeke* en *Âlleke* binne manljusnammen, wylst se it 'itige' patroan fan in frouljusnamme hawwe, sjoch (54)/(55) hjirnei; dat is in sterke oanwizing, dat it hjir om syngroane ferlytsing giet.

Dat de ferlytingsnammen har op sa'n grutte skaal sette kinnen hawwe, sil te krijen hawwe mei de gewoante fan it ferneamen. Dy soarge derfoar, dat de ferlysingnammen yn har hiele hear en fear trochjûn waarden en sa ta 'tjige nammen' wurde koenen.<sup>8</sup>

### 1.1.3 De determinearder by ferlytingsnammen<sup>9</sup>

Ferlytsin gswurden – en haadwurden yn it algemien – wurde yn 'e regel beselskippe fan in lidwurd, der't in spesifike(re) beneaming/ferwizing mei mooglik wurdt (sjoch ek §1.2.1 hjirnei). De funksje fan persoansnammen is yndividuele identifikaasje, sjoch §1.1.1 hjirfoar. Spesifiker kin net en dêrom hoecht in persoansnamme yn 'e regel gjin determinearder by him te hawwen.<sup>10</sup>

No is it sa, dat ien en deselde namme meastentiids troch mear persoanen droegen wurdt. It kin nedich wêze om spesifyk nei ien of mear fan sokke persoanen te ferwizen. Ta dat doel moat in persoansnamme nei de klasse fan 'e telbere haadwurden transponearre wurde. Identifisearret in persoansnamme ien konkrete persoan, in transponearre persoansnamme is in gewoan haadwurd mei in (abstrakte) leksikaal-konseptuele betsjutting: 'persoan dy't dy-en-dy namme draacht'. Transponearre persoansnammen kinne yn fêste (idiomatyске) ferbiningen foarkomme, sjoch bygelyks it WFT, s.v. *Jan I* en *Griet I*. Sokke nammen kinne ek in determinearder by har hawwe en yn it meartal foarkomme ((Hoekstra (1986:141-142), Gerritzen (2001a)). Ik jou dêr yn (4) in pear foarbylden fan:

<sup>8</sup> Mei ferlytsingkin der maklik fan in manljus- in frouljusnamme makke wurde, dat by ferneamen wolris nedich is. Wannear't pake *Lolke* ferneamd wurde moat en der is allinnich in froulik bernsbem, dan hoecht pake him mei lytse *Lolkje* net tekoart dien te fielen. En oarson mei beppe *Lolkje* har mei lytse *Lolke* ek ferneamd achtsje.

<sup>9</sup> Dit ânderweyp liket mear yn §1.2 hjirnei te passen; de foarmkant fan 'e ferlytsingsnamme is hjir lykwols funksjoneel beskate.

<sup>10</sup> Yn it stidlike part fan it Dútske taalgebiet hawwe persoansnammen lykwols altyd in lidwurd by har, bgl. *der Peter* en *die Anna*. Soks komt yn guon Skadnawyske dialekten ek foar (arrich Hoekstra, persoanlike meidieling). Wannear't it om 'e yn 'e kontekst bekende *dokter*, *dinny*, *master* of *notaris* giet, kin sa'n beropsaansjutting as in persoansnamme begjinne te fungearjen en it dan sûnder lidwurd dwaan. Lykas yn *dokter moat komme*, *dinny hat my wolris mear ferjeeld as fan 'e noarn*, *master moat de bern mar goed oanpakke* en *wy sille fan 'e middel even nei notaris ta*. De grins tusken haadwurd en namme is hjir dus floeiend. Dat jildt ek foar haadwurden dy't in lokaasje oansjutte. Wannear't ien seit *ik moat noch even nei buorren ta*, dan giet it om 'e bekende buorren fan it bekende doarp, dy't as namme fungearret. Yn it Skiermûntseeger sk komt soks mei *darp*, *dyk* en *dân* foar, bygelyks yn *nooi darp (tô)* 'nei it doarp (ta)', *it paid nooi dyk tô* 'it paad nei de seedyk (ta)' en *by dân dal*, *op 'by it dûn del*, *op* .

- (4) Dat is *de Jan/de Jantsje* dêr't ik dy oer ferteld haw  
 Nee, *dy Jan/dy Jantsje* bedoel ik net  
 Der wurkje *two Jannen/hwa Jantsjes* by ús  
 Der hat in *Jan/in Jantsje* foar dy skille<sup>11</sup>

Transponearre persoansnammen krije it meartal neffens de regels foar de haadwurden, dat wy krije *Jannen* en *Jantsjes*, krekt lykas *mannen* en *man-tsjes*.

Mar transponearre ferlytingsnammen ferskille fan ferlytingswurden wat de kar fan 'e determinearder oangiet. Ferlytingswurden hawwe determiners dy't lykop geane mei it beskate lidwurd *it*, de determineaders fan ferlytingsnammen geane lykop mei it beskate lidwurd *de*, lykas by de nedins om oantsjuttingen fan libbene wêzens, en dêrûnder foaral minsken, oan it lidwurd *de* te keppeljen en oantsjuttingen fan dingen oan *it*. Yn it gefal fan ferlytingsnammen giet soks tsjin 'e regel yn dat ferlytingswurden it lidwurd *it* by har hawwe.<sup>12</sup> De bûging op it eigenskipswurd *fleurich/nuver* yn *it is in fleurige Durk/it is in nuvere Durkje*, sjoch ek noat 11 hjirfoar, is sa te ferklearjen; ferylkje *it is in fleurich wurk/it is in nuver wurkje*, dêr't it eigen-

<sup>11</sup> Besjoch de neikommende sinnen:

- (i) It is *in fleurige Jan/in fleurige Jantsje*  
 Sa 'n *Jan/sa 'n Jantsje* dochts!  
*Dy Jan/dy Jantsje* dochts!  
 Ik haw (*dy*) *hiele Jan/(dy) hiele Jantsje* dêr net sjoen  
 Sa bist *de Jan/de Jantsje* wer dy't wy kenne  
*Domme Jan/Domme Jantsje*, wat hast no wer dien

De persoansnammen hâlde hjir har unyk identifisearjende funksje, want it giet hieltyd om 'e yn 'e kontekst bekende *Jan* en *Jantsje*. Mar dy wurde yn kombinaasje mei in determinearder en/of in bûgd eigenskipswurd yn dizze sinnen wat fan in ôfstân besjoen en ta in objekt fan observaasje en evaluaasje makke. Dit gebrûk sit dêrmei tusken it unyk identifisearjende fan in suvere persoansnamme en it algemien beneamende/ferwizende fan in transponearre persoansnamme yn. Wat soargelyks hat men by wurdpearen as *it each - de ieneach*, *it ear - de neep ear* en *it (ân)ferstân - de ânferstân*, dêr't dizze tendins sterker is as de regel dat it fjochter lid fan in gearsetting it lidwurd fan 'e hiele gearsetting beskiedt. Sjoch noar mear hjirroer Hoekstra en Visser (1996:56-58).

Transponearre plaknammen hawwe, sa't men ek ferwachsjisje soe, it lidwurd *it*, sjoch bygelyks *it Ljouwert fan foar 1900* en *earm Dokkum* (sûnder bûging op it eigenskipswurd). In meartalsfoarm leit by in plaknamme net yn 'e reden. Binne der lykwols mear plakken mei ien en deselde namme, dan is in meartalsfoarm wol mooglik, bygelyks yn *der binne trije Nessen/Aldegeaen yn Fryslân*. Plaknammen dy't altyd it lidwurd *de* by har hawwe, lykas *De Jouwer kinne* yn transponearre gebrûk neffens my ek it foar har krije: *it De Jouwer fan hûndert jier lyn*. In plaknamme mei it soe dat net oars mei wêze moatte. No heart *it It heidenskip fan hûndert jier lyn* my wat nuver oan, mar dat sil komme, omdat taal in tsjinnichheid yn twa gelikense eleminten efter inoar hat.

skipswurd<sup>d</sup> foar it *it*-wurd *wurk* en it ferlyttingswurd (*it*-wurd) *wurkje* net bûgd wu<sup>rld</sup>.<sup>13</sup>

### 1.2 De fêrnkant fan ferlytting

Yn dizze subparagraaf gean ik yn §1.2.1 earst nei, wêr't ferlytting fan haadwurden I lykop giet mei dy fan persoansnammen; yn §1.2.2 gean ik dêrnei op 'e ferskiel ten tusken dy twa yn.

#### 1.2.1 Wêr't ferlyttingswurden en ferlyttingsnammen I lykop geane

Yn it Frysk kin yn begjinsel fan elk telber haadwurd in ferlyttingswurd makke wurde troch der in ferlyttingsuffixs oan fêst te meitsjen. Der binne trije fan sokke suffixsen, *-je*, *-tsje* en *-ke*. Hok suffixs oft oan in haadwurd fêstmakke wurde moat, hinget derfan ôf, wêr't dat haadwurd op útgiet. It makket dêrby neat út oft it om in inkel bylûd of om it einichste bylûd fan in kloft giet. De 'stomme *e*' dêr't gâns haadwurden op útgeane, telt foar ferlytting net mei, der wurdt sjoen nei it bylûd of lûd derfoar. Yn (5) jou ik de distribúsje fan 'e ferlyttingsuffixsen:

- (5) *-je* nei felaren (*g/ch, k, ng*<sup>14</sup>)  
*-tsje* nei de fjouwer tosklûden *l, d/h, n*  
*-ke* nei alle oare bylûden (*b/p, f/v, m, r, z/s*) en nei alle lûden

Ferlyttingswurden hawwe yn it iental in determinearder by har dy't I lykop giet mei it beskate lidwurd *it*, ek wannear't it grûnwurd in *de*-wurd is. Fierders hawwe se altyd in meartal op *-s*, wylst net-ferlytse eigen haadwurden op in 'stomme *e*' de meartalútging *-en* hawwe. It foarbyld yn (6) mei dat yllustrearje:

<sup>13</sup> Yn 'e literatuer kaam ik de neikommende sinnen tsjin (myn skeampriint):

- (1) ' *i Loddrig Zwopke* lay yme miede (Feitsma en Bosma 1962, side 6, rigel 1)  
Noch sjocht ús men har sels as ' *rêdsun Sijke* (Postma 1978, side 51)

Opfallend is dat der mei it lidwurd ' *ek* gjin bûging op 'e eigenskipswurden *loddrig* en *rêdsun* is. It giet hjir beide kearen om in rigel út in fers, dat it metrum kin der sines ta dien hawwe, dat hjir foar in net-bûgd eigenskipswurd, en dêrnei foar it lidwurd *it*, keazen is. Mar de dichters hawwe dit dochs ek as grammatikaal korrekt taalgebrûk oanfjeld, mei men oannimme.

<sup>14</sup> Nei *-ng* wurdt it bylûd *-k-* tusken haadwurd en ferlyttingsuffixs yn skood: *-ring- rinkje*.

- (6) *de/dy/dizze* panne - *de* pannen  
*ii/dai/diir* pantsje - *de* pantsjes

By ferlytingsnammen giet it om deselde trije suffiksen mei gauris deselde distribúsje, wylst in einichste 'stomme *e*' likemin telt. Foarbylden binne yn (7) te finen:

- (7) mei *-je*: *Aachtje, Foekje, Harinkje*  
mei *-tsje*: *Jeltsje, Sjoerdsje, Tetsje, Rintisje*  
mei *-ke*: *Fobke, Gofke, Hamke, Hepke, Herke, Hiske, Jaaike, Boaike, Bieuwke*

Sa't wy yn §1.1.3 hjirfoar sjoen hawwe, hawwe transponearre ferlytingsnammen ek in meartal op *-s*.

### 1.2.2 *Wêr't ferlytingswurden en ferlytingsnammen út inoar geane*

Yn dizze subparagraaf komme de ferskillen tusken ferlytsing fan haadwurden en fan persoansnammen op it aljemint. It giet dêrby om dûbele ferlytsing (§1.2.2.1), om it ferlytingsuffixs *-y* (§1.2.2.2) en om oerbliuwsels fan in âlder systeem fan ferlytsing (§1.2.2.3).

#### 1.2.2.1 *Dûbele ferlytsing*<sup>15</sup>

By persoansnammen komt dûbele ferlytsing in moai soad foar. Dêr jilde yn begjinsel deselde beheiningen foar as foar inkele ferlytsing. Yn (8) haw ik oanjûn, hoe't dûbel ferlytse nammen fan inkel ferlytse nammen ôflaat binne:

<sup>15</sup> Boelens (1984, 1987) lit sjen, dat dûbele ferlytsing fan haadwurden by taalwinning wol in skoffike foarkomme kin.  
Yn it Midfrysk lykje ek dûbel ferlytse haadwurden foar te kommen. Yn Starter syn Friesch Pastorel fan 1621 lêze wy: "Ick sel dijn holle schien versjaen / Mey kancjies/ mey kancjies / En dy twa pontjetjes jaen / Om dijn snie-wyte *hancjies*" [myn skeanprint, wv] (Feitsma (1957:31), rigel 22-25). Gysbert Japicx hat û.o. "Rea-goune Muwilkje" (Ljeafde Gjealpe, rigel 1) en "Bems muwikjes" (Psalim acht, rigel 5), wylst er it yn syn earste brief oan Gabbema oer "nuytke of nuytke" as farianten fan "Nuytce" hat. Faaks hawwe wy hjir mei it suffiks *-kje* te krijen, dat men syngroan nei wurden op *-rig* oannimme kinne soe, mar dat earder dan sa't it liket in rommere distribúsje hie.  
Yn it Afrikaansk komt dûbele ferlytsing op beheinde skaal ek foar. Donaldson (1994:486) seit yn syn paragraaf oer ferlytingswurdfoar ming: "Many common words only occur in the diminutive form, e.g. *erijie* 'pea', *mandjije* 'basket', *meisje* 'girl', *mossie* 'sparrow'. Such diminutives can be further diminutized, due to the attrition of the root from which they are derived, e.g. *erijietjie*, *meisietjie*, etc."

(8) *dûbde ferlyste nammen*

a. *fan rannen op -je*

-ch <del>ê</del>	→	-chje
-k <del>ê</del>		-kje
-n(g)k <del>ê</del>		-n(g)kje

b. *fan rannen op -tsje*<sup>16</sup>

-lts <del>ê</del>	→	-ltske
-ds <del>ê</del>		-dske
-ts <del>ê</del>		-tske
-nts <del>ê</del>		-ntske

c. *fan rannen op -ke*

-b/pk <del>ê</del>	→	-bkje	(W <b>y</b> b <b>k</b> j <b>e</b> , O <b>e</b> p <b>k</b> j <b>e</b> )
-Rk <del>ê</del>		-fkje	(A <b>a</b> ff <b>k</b> j <b>e</b> )
-rk <del>ê</del>		-rkje	(H <b>e</b> rk <b>j</b> e)
-sk <del>ê</del>		-skje	(Y <b>n</b> sk <b>j</b> e)
-lûd+k <del>ê</del>		-lûd+kje	(A <b>u</b> k <b>j</b> e, F <b>e</b> rk <b>j</b> e, L <b>i</b> enk <b>j</b> e)
-/v+d+k <del>ê</del>		-v/kje	(E <b>i</b> k <b>j</b> e)
-l+k <del>ê</del>		-lkje	(H <b>y</b> l <b>k</b> j <b>e</b> )
-m+k <del>ê</del>		-mkje	(Y <b>n</b> k <b>j</b> e)

It part *-je* fan *-tsje* en it suffiks *-je* op himsels fungearje as in fonologyske ienheid (Visser (1992)). Dêrom koe de einichste sjwa hjir ek net los skrast wurde, mar *-je* as gehiel al.

By de nammen op *-chje*, *-kje* en *-n(g)kje*, sjoch (8a), koe nei it skrasse fan it part *-je* op grûn fan 'e einichste bylûden *-ch*, *-k* en *-ng* allinnich wer foar it suffiks *-je* keazen wurde. Dûbele ferlysing wie yn dit gefal dus op strukturele grûnen net mooglik.

By de nammen op *-ltsje*, *-dsje*, *-tsje* en *-ntsje*, sjoch (8b), koe nei it skrasse fan *-je* fanwegen *-s* allinnich foar *-ke* keazen wurde: *-ltske*, *-dske*, *-tske* en *-ntske*. Ik kin dêr lykwols gjin ûndûbelsinnige foarbylden fan bybringe. Nammen op *-ltske* haw ik hielendal net fûn en nammen op *-d/tske* en *-ntske*, lykas *Hedskel/Heske* en *Neamtske*, binne struktureel ambigû, sa't ik yn (9) oanjou:

<sup>16</sup> Nei *d* wurdt *-tsje* tsjintwurdich as *-sje* skreaun, dat *Sjoerd+tsje* komt as *Sjoerdsje* foar de hearen.

- (9) a. *-tske*: (-d/t/n)+ts/ɛ+ke  
 b. *-tske*: (-d/t/n)+tsɛ+ke

Einichst *-tske* (*-dske*) lit him op twa wizen analysearje: of *-tske* is in kombinaasje fan it ferlytysingssuffiks *-tsje*, dêr't it part *-je* fan skrast is en dat dêrnei *-ke* efter him krigen hat, sjoch (9a), of it bestiet út it âldere ferlytysingssuffiks *-tse*, dêr't nei it skrassen fan 'e einichste 'stomme *e*' it suffiks *-ke* oan fêstmakke is, sjoch (9b).

Inkel yn (8c) hat men dúdlike gefallen fan nammen mei dûbele ferlytysing. Neidat fan 'e nammen op *-ke* de einichste 'stomme *e*' skrast wie, bleau der in foarm op *-k* oer, dêr't allinnich it suffiks *-je* efter past. It ferlytysingssuffiks *-ke* hat fan 'e trije ferlytysingssuffiksen fierwei it grutste berik, dat earder noch grutter wie; sa kin men it ûnbidige tal ferlytysingsnammen op *-kje* ferklearje (sjoch ek (43) en (44) hjirnei).

Yn *Anktsje*, *Jouktsje*, *Lolktsje*, *Rinktsje* en *Sjouktsje*, sjoch (40) hjirnei, hat men ek dûbele ferlytysing: *Jou++kɛ+-tsje*. Yn dit gefal is it suffiks *-tsje* fêstmakke oan in foarm op *-k*, dat by haadwurdferytysing net foarkomt. Yn in namme as *Sytske* stiket ek dûbele ferlytysing: *Sitɛ+(t)sɛ+ke*; it suffiks *-(t)se* is lykwols ferâldere (sjoch ek §2.1 hjirnei). Histoarysk sjoen hat men yn nammen as *Boatskje* en *Goaitskje* sels trijedûbele ferlytysing: *B/Goai++tsɛ+-kɛ+-je*.

### 1.2.2.2 It ferlytysingssuffiks -y

By persoansnammen komt it ferlytysingssuffiks *-y* in soad foar, sjoch it rychje foarbylden yn (10):

- (10) *Gerry*, *Janny*, *Jappy*, *Jetty*, *Renny*, *Sippy*

It griet hjir om in jonger slach ferlytysing. Sipma (1952:126) fersuchtet: "In moade dêr't men fan hoopje soe, dat er mar wer foarby wie, brocht ús jongesnammen as: Appy, Ipy, Willy, Riny, en famkesnammen as: Imy, Nely, Hilly, Tiny, Jelly, Roely, Triny, Anny, Gerry, Janny, Wilky. Lokkich steane hjir almeast noch better en folsleiner nammen njonken." Hoekstra (1998:86) rekkenet *-y* ta de flaisuffiksen. It âldste foarkommen hat men foar 't neist yn *heity* en *memmy*.<sup>17</sup> Nammen op *-y* kinne yn begjinsel foar froulju en

<sup>17</sup> Hoekstra (1986:140-143) makket oannimlik, dat de sibskipstermen *heit* en *mem*, lykas ek *onke*, *muoike*, *pake* en *beppe*, faak en folle as persoansnammen fungearje. Yn it Nederlânsk, Dútsk en Ingelsk wurde 'heit' en 'mem' ek in soad mei in ferlytysingsfoarm op *-[j]* oantsjut: *pappie/mammie*, *Vati/Mutti*, *daddy/mummy*.



manlju brútt wurd, dat se op deselde streek set as de ferlytingsnammen op *-ke* en *-tsje*.

Oer de foarmkant fan *-y* merkt Hoekstra op: “Sa’t oan ‘e foarbylden [Jappy’ (*f*an *Jabik*), *Heppy* (fan *Headelsje*), *Sippy* (fan *Sibbelsje*), *Jetty* (fan *Jetske*) en *Sappy* (fan *Scapke*), wv] bliken docht, wurde by ôflieding mei *-y* alle ûn beklamme wurdliden fan it grûnwurd skraast en wurdt in stimhawwende ploffer oan ‘e ein fan it behoffene grûnwurd stimleas.”<sup>18</sup> Fierders is it sa, dat *-y* net allinnich yn it Klaar Frysk foarkomt, dêr’t *-je* oan it ein fan in wurd moai algenien as *-y* realisearre wurdt – ek yn ‘e ferlytingswurden op *-(ts)je* –, mar ek yn it Wâldfrysk, dat oan *-je* fêsthâldt. Fierders leit *-y* gjin beheiningen op oan it einichste bylûd fan ‘e foarm dêr’t it oan fêsmakke wurdt. Dat betsjut, dat *-y* in ferlytingsuffixs op himsels is.<sup>19</sup>

De nammen op *-y* hearre ta de flainammen. Merk op, dat it allegearre trogeeen binne, it gewoane slach metryske foet yn it Frysk. Yn flainammen komme typysk de ûnmarkearre fonologyske patroanen oan it ljocht. Dat kin ek it skrassen fan ‘e ûnbeklamme wurdliden en de stimleazens fan ‘e ploffer ferlearje. Flainammen freegje lykwols om in eigen behanneling, dat ik sil se der hjir fierders bûten lite.

### 1.2.2.3 *Oerbliuwels fan in âlder systeem fan ferlytysing*

Yn ferlytingsnammen kinne gâns oerbliuwels fan in âlder systeem fan ferlytysing oanwiisd wurde. Dêr sitte twa aspekten oan. Der binne, yn it foarste plak, ferlytingsnammen mei suffiksen dy’t no net mear produktyf binne. Winkler (1898:viii) neamt deselden yn (11) (sjoch ek §2.1 hjirnei):

- (11) *-se*: *Bijnse, Ealse, Eise, Minse, Rinse*  
*-te*: *Boate, Doaitte, Jelte, Joutte, Houite*  
*-(e)le*: *Andele, Bartele, Oebele, Sibbele*  
*-tse(n)*: *Aise, Betse(n), Boaitse(n), Doutsen, Feiuse, Lútsen, Sweitse*

Yn haadwurden komt *-tse(n)*, faak ôfspliten ta *-sen*, op tige beheinde skaal ek foar (Hoekstra (1998:85)), sjoch it rychje yn (12):

<sup>18</sup> Dat lêste is gewoan by ferlytingswurdfoarming, sjoch Visser (1989).

<sup>19</sup> Yn it Nederlânsk binne nammen op *-ies* ek hiel gewoan, sjoch bygelyks *Annie, Bepjie, Gerthje*, en *Jopie*; yn ferlytingswurden komt *-ie* yn ‘e útspraak ek in soad foar: bgl. yn *huistie, boompie, beesse*. Yn ‘e Germaanske buortalen hat men nammers ek gâns nammen en ferlytingswurden op *-ij*, dêr’t ik hjirnei in stikmannich foarbylden fan jou: út it Dútsk: *Gabi (Gabrielle), Rudi (Rudolf), Ulli (Ulrich, Ulrike), Kullti (Kugelschreiber), Pullti (Pullover), Stuti (Studen)*; út it Ingelsk: *Lexie (Alexandra), Kitty (Catherine), Johnny (John), hanky/hankie (handkerchief), nappy/nappie (napkin), doggielodogy (dog)*.

## (12) *botsen, skeisen, oartsen, kynsen, faansen, lepsen, foltsen*

Foar de measte Fryskpraters sil it by (11) oars gewoan om nammen gean, net om ferlytsingsnammen, en by (12), foar sa fier't dy wurden noch bekend binne, om haadwurden stúnder mear.

Der binne, yn it oarde plak, ek ferlytsingsnammen mei spoaren fan in âldere, rommere distribúsje fan it ferlytsingsuffixs *-ke* (ferlykje §2.2.2 hjir-nei). It giet om gefallen lykas dy yn (13):

- (13) *-ke* nei *-d/t*: *Doetke, Eardke, Eitke*  
*-ke* nei *-l*: *Elke, Hylke, Jelke*  
*-ke* nei *-n*: *Janke, Minke, Nynke*

Haadwurden op *-d/t*, *-l* en *-n* krije no it suffixs *-tsje*. Sa binne der dûbel-foarmen mei it 'âlde' en it 'nije' suffixs ûntstien, lykas de pearen nammen yn (14):

- (14) *Etke* - *Etsje*  
*Hylke* - *Hyltsje*  
*Minke* - *Mintsje*

Yn âlder Frysk kin men ferlytsingswurden as *wurdke, holke* en *hanke* oantrefte.<sup>20</sup> By de nammen mei dûbele ferlytsing fynt men de âlde distribúsje fan 'e ferlytsingsuffixsken sadwaande allinnich oan 'e 'binnenkant'. Nim *Lolkje*: yn it part *Lolké-* fynt men it suffixs *-ke* efter *-l*, dat no net mear kin. Dat *Lolke* ta *Lolkje* ferlytse wurdt, is neffens it ferlytsingsysteem fan hjoed de dei.

It hat der lykwols fan as koe ferlytsing by persoansnammen ek alhiel syn eigen wei gean, los fan it systeem fan ferlytsing fan haadwurden. Sokke persoansnamme-spesifike ferlytsing sil yn §2 hjirnei mear systematysk omtinken oan jûn wurde.

## 2 Patroanen yn ferlytsingsnammen

Lykas se yn 'e ynlieding, Fryslân rint der yn it Nederlânske nammelânskip út, omdat ferlytsingsnammen yn it Frysk net allinnich foar froulju, mar ek foar manlju brûkt wurde kinne. Dat jildt foaral foar dyselden mei de alge-

<sup>20</sup> Hoekema (1965:63) rekkenet *holke* as in foarm dy't tsjin bern brûkt wurdt (of waard). Hoekstra (1998:83) neamt mear sokke ferlytsingswurden mei in ôfwikende foarm, bygelyks *finkje* (oars: *fingerke*), *hynke* (oars: *hynderke*) en *kijkes* (oars: *kokes*).

mienste ferlytingsuffixksen, *-ke* en *-tsje*, dy't i yn ferbân mei persoansnammen net syntematysk as manlik of froulik spesifearre binne.<sup>21</sup>

Dat wol fansels net sizze, dat alle nammen mei dizze twa suffixksen likegoed foar manlju as foar froulju brûkt wurde kinne. Wannear't der oan neiere kontekstuele betingsten foldien wurdt, binne sokke nammen meast allinnich foar manlju of froulju te brûken. Boppedat, at mei sa'n kontekstueel neier beskate namme op *-ke* of *-tsje* manlju en froulju oantsjut wurde kinne, is it meastentiids sa, dat it oanbelangjende slach namme folle gewoaner (frekwint) foar ien fan twaen is. Der sil hjirtûnder hieltyd op wiisd wurde. In Fryskprater sil dan ek hast altyd fan in beskate ferlytingsnamme sizze kinne, oft't der in frouminske of in manminske mei oantsjut wurdt.<sup>22</sup>

Yn dizze paragraaf gean ik earst yn op 'e nammen mei de âlde suffixksen *-se*, *-te*, *-(e)le* en *-tse(n)* (§2.1). Dêrnei behannelje ik de ferlytingsnammen op *-ke* (§2.2), *-tsje* (§2.3) en *-je* (§2.4); de útkomsten wurde yn §2.5 gearfette. As lêste komt yn §2.6 in algemien patroan op it algemint, dat los stiet fan in beskaat suffixks.

## 2.1 Nammen mei de âlde suffixksen *-se*, *-te*, *-(e)le* en *-tse(n)*

De ferlytingsuffixksen *-se*, *-te* en *-(e)le* binne net mear produktyf en wurde ek net mear as suffixksen oanfield. Foar de nammen dy't der histoarysk mei foarme binne, lei it lân der moai dúdlik hinne: it binne yn 'e gewoane regel manljusnammen. Yn (15) jou ik in stikmannich foarbylden:

(15) *foarbylden fan nammen mei -se, -te en -(e)le*

*-se:*     *Aise, Bjinse, Ealse, Einse, Eise, Heense, Hotse, Minse, Reitse,*  
          *Rinse*<sup>23</sup>

<sup>21</sup> Soks jildt ek foar de Naainammen op *-y*, sjoch §1.2.2.2 hjirtfoar.

<sup>22</sup> Mar dat is altyd sa net. In foarbyld is de namme *Simke*, tink bygelyks oan de skriuwer *Simke Kloosterman* en de âld-bewegingsman om utens *Simke de Haan*. By nei-ferlytingsnammen komt dit ek foar. Sa is oan 'e skreaune foarm *Anne* net te sjen, oft't der in frouminske of in manminske mei oantsjut wurdt; yn 'e útspraak is dat ferskil der wol, alteast yn myn dialekt: [anɛ] (f), [ɛnɛ]/[o.ɛnɛ] (m).

<sup>23</sup> *Eise* is in frouljusnamme. Oars as yn de oare nammen op *-se*, wurdt *<ss>* dêr as *[-z]*-útsprutsen; dat kin ferklearre wurde troch de koartens fan it lûd [ɛl-], dy't dêrfoar soarget, dat de rûzer de tredde posysje fan it rym fan 'e syllabe beset, dê't in stimhawwende rûzer it ûnmarkearre gefal is (Visser (1997:49-52)). Yn *Bjinse*, *Ealse*, *Einse*, *Heense*, *Minse* en *Rinse* beset de rûzer it fjirde plak en is er net bin oan stimhawwendheid. Yn *Aise*, *Haise* en *Reitse* stiet de rûzer neist de stimleaze ploffer *t* en kin dan net oars as stimleas wêze, omdat kloften fan rûzers/ploffers + rûzers/ploffers altyd deselde stimpesifikaasje hawwe moatte. De stimleazens fan 'e rûzer yn *Eise* kin ik net ferklearje. Ferlykje lykwols de haadwurden *aisem* en *haisem*. Der binne oars ek dy't yn *Eise* in *[-z]*-hawwe.

-te: Boate, Doaite, Feite, Jelte, Joute, Hoaite, Meinie<sup>24</sup>

-(e)le: Andele, Bartele, Doekele, Dubbele, Eabele, Eagele, Easgele, Ebbele, Gebbele, Habele, Hebele, Hebele, Herkele, Ibele, Iggele, Imele, Immele, Ingele, Jakkele, Jebbele, Jibbele, Jiebele, Jissele, Joekele, Nummele, Oebele, Okele, Okkele, Rikele, Sakele, Seakele, Sekele, Seabele, Sibbele, Sibeke, Teabele, Teakele, Tekele, Tsjabbele, Tsjabele, Tsjébele, Tsjibbele, Ubele, Wigele, Wiggele, Wobbele<sup>25</sup>

Nammen op it âlde suffiks *-tse(n)* dêrfoaroer wurde foar manlju en froulju brûkt, al giet it meast om manljusnammen, sjoch (16) foar foarbylden:

(16) *foarbylden fan nammen mei -tse(n)*

manljusnammen	<i>Atse, Betsete(n), Boaitse(n), Buitsen, Doetse, Etsete(n), Fetsete(n), Frytsen, Fetsete, Goa(i)tse(n), Grytsen, Hersete(n), Jelsete(n), Jentsete(n), Lutsen, Lútsen, Ytsen, Sweitsete, Ulliset(n) (ûlliset(n), ûlliset(n)), ulliset(n)</i>
frouljusnammen	<i>Fritsen, Getsen, Jantsen, Jeltsen</i>
beide	<i>Di(r)tse(n), Doatise(n), Doutsen, Martsen</i>

Foar froulju kinne allinnich mar nammen op *-tsen*, mei einichste *-n*, brûkt wurde, wylst manljusnammen op *-tse* en *-tsen* útgean kinne. Nammen dy't foar manlju en froulju brûkt wurde kinne, moatte dan fansels op *-tsen* útgean. Der soe hjir dan ek fan twa patroanen praat wurde kinne: manljusnammen op *-tse* en frouljus- en manljusnammen op *-tsen*.<sup>26</sup>

<sup>24</sup> *Doete* is neffens Winkler (1898:68) in manljusnamme, mar ik ken him allinnich as frouljusnamme. *Jante* is ek in frouljusnamme.

<sup>25</sup> By in foarm op *-ele* giet it altyd om in manljusnamme, op 'e haadwurden *keppeler* en *rigeler* nei (dêr't *keppel* en *rigel* lykwols neist steane). In namme op *-ele* kin de earste stamme 'e' kwyf reitsje, dêr't dûbelfoarmen troch ûntstean, lykas *Bartele* ~ *Bartle*, *Doekele* ~ *Doekle*, *Eabele* ~ *Eable*, *Jakkele* ~ *Jakle*, *Ubele* ~ *Uble* en *Wig(ge)le* ~ *Wigle*. Dy weifal is út in driuw nei ritmyk te ferklearjen: taal hat in tsjinnichheid yn ûnbeklamme wurdlidden efternoar.

Sa'n namme koe de einichste 'stomme e' ek kwyf reitsje. Dêr koe in manljusnamme efter wei komme (*Easgel*, *Habel*), in frouljusnamme (*Ibel*, *Sibbel*) of in manljus- en frouljusnamme (*Gebbel*). Dy weifal past yn in rommer patroan (*Dodde* ~ *Dod*, *Duite* ~ *Dui*, *Bauke* ~ *Bauk*, *Hylke* ~ *Hylk*), mei meast de koartere foarm as frouljusnamme.

<sup>26</sup> By nammen op *-tse* kin it ek gean om in namme op *-se*, neist ien op *-t (-tte)*, bygelyks *Htise* (neist *Hitte*) en *Jetse* (neist *Jette*).

## 2.2 *Nammen op -ke*

Nammen **ŋ** *-ke* kinne foar manlju en foar froulju brûkt wurde, sjoch de foarbylden yn (17):

(17) *foarbylden fan nammen op -ke*

manljusnammen	<i>Auke, Banke, Elke, Hearke</i>
frouljusnammen	<i>Dienwke, Maaike, Sijke</i>
beide	<i>Doaike, Fepke, Frouke, Gofke, Imke, Simke</i>

Om oan 'e weet te kommen, wannear't in ferlytingsnamme op *-ke* mar allinnich foar manlju of froulju te brûken is, sil ik de kontekst foar *-ke* besjen. Earst besjoch ik de konteksten dêr't *-ke* by gewoane ferlytingswurden ek yn foarkomt, dêrnei deselden dy't spesifyk foar ferlytingsnammen binne.

As 'materiaal' haw ik de listen fan manljus- en frouljusnammen yn *Fryske foarmamjen/Friese voornamen* brûkt, dy't systematysk neirûn binne. Dêrby bin ik der fansels fan útgongen, dat it hjir om autorisearre en betroubere listen giet. Ik haw my oan dy listen holden. Sa komt *Wunke* dêr allinnich as frouljusnamme yn foar; en al hat my bliken dien, dat dat foar guon ek in manljusnamme is, hjir tellt *Wunke* allinnich as frouljusnamme. Ik nim oan, dat it algemiene byld fan 'e útkomsten fan dit ûndersyk net feroare wie, hie ik *Wunke* ek ta de manljusnammen rekkene. Sa't ik ek oannim, dat troch it brûken fan in lettere ferzje as dy fan 1987, dy't ik ta myn foldwaan hie, doe't ik mei dit ûndersyk oan 'e gong wie – it giet om dy fan 1992 en De Haan (2002) – de útkomsten op details wol oars wêze sillen hienen, mar it algemiene byld net. Om maksimaal kontrollearber te wêzen, haw ik nei fol-sleuens stribbe ynsee fan te folstean mei it jaan fan allinnich mar in pear foarbylden. Fierders binne alle nammen apart rekkene, ek deselden dy't oannimar besibbe binne; sa steane *Gauke* en *Gouke* elk op har eigen alfabetysk plak.

### 2.2.1 *De konteksten fan -ke by gewoane ferlytingswurden*

(18) *-ke nei in lûd*

manljusnammen	<i>Ake, Auke, Banke, Beake, Boke, Bouke, Buke, Dake,</i> <i>Doeke, Doke, Douke, Duke, Eake, Eike, Feike, Feuke,</i> <i>Foeke, Fouke, Gauke, Gouke, Heike, Hoaike, Hoeke,</i> <i>Hokke, Leke, Leuke, Joeke, Joike, Jouke, Leuke, Liouke,</i>
---------------	--

frouljusnammen	<i>Loeke, Louke, Mak(k)e, Oeke, Ouke, Peke, Pike, Rauke, Reke, Rouke, Sake, Sjeke, Sjouke, Soeke Akke, Baaike, Beauke, Bieuwke, Bjoke, Diewwke, Djoke, Eauke (SWH)<sup>27</sup>, Fijjke, Foeitke, Freuke, Frike, Geike, Geke, Jaaike, Jetke, Jieuke, Joeke, Joke, Juke, Keke, Kekke, Maaike, Muike, Oke, Seike, Sieke, Sijke, Sike, Sjoaike, Tjieuke, Weike</i>
beide	<i>A(a)jike, Boaike, Doaike, Eike, Eke, Frouke, Hauke, Hike, Houke, Joeke, Leauke, Leike, Li(e)joke, Liuwke, Louke, Meike, Sieuke, Siuwke, Sjeauke, Sjoeke, Sjtjke, Tieke, Tike</i>

Faak en folle giet it hjir om 'e kombinaasje fan in lang lûd en in heallûd. Nammen as *Boaite* en *Boaite* hawwe dêrmei in wurdyntern rym, *-aai-* en *-oai-*, fan trije posysjes. Foar in net-gearstald wurd is dat te lang, mar yn gearstalde wurden, lykas *raaike* en *boaike*, is soks net ûngewoan. Ferlyt-singsnammen litte har sa ek as formeel gearstald kenne.

(19) -ke nei stomme 'e'

manljusnammen	<i>Iseke, Nanneke, Oneke<sup>28</sup></i>
frouljusnammen	<i>Anneke, Enteke, Finneke, Gearteke, Gjebbeke, Griteke, Hanneke, Hiddeke, Hilleke, Ineke, Inteke, Ynteke, Janneke, Johanneke, Lineke, Metteke, Pabeke, Pebeke, Reneke, Teetseke, Tineke, Wenneke, Wenneke</i>
beide	<i>Jenneke, Uneke</i>

It giet by dit slach namme yn fierwei de measte gefallen om in frouljusnamme; der binne mar in hantsjefol manljusnammen en nammen dy't foar froulju en manlju brûkt wurde kinne.

Wy hawwe altyd mei in trijewurdliiddige foarm te dwaan, metrysk sjoen in daktylus.<sup>29</sup> Dat hjir twa ûnbeklamme wurdlidden efterinoar steane, is ritmysk minder ideaal; it ferlet fan dit nammefoarmingsmiddel moat de minder winsklike ritmyk lykwols oerhelle hawwe. Oars as by de nammen op *-ele*, wurdt de middelste stomme 'e' hjir nea skrast; men soe dan by in besteande of mooglike (frouljus)namme útkomme, sjoch bygelyks de pearen *Anneke - Anke, Janneke - Janke* en *Tineke - Tynke*.

<sup>27</sup> SWH stiet foar: Súdwesthoeke.

<sup>28</sup> Dizze namme soe as *Oaneke* stavere wurde moatte, krekt sa't *One* (side 19 fan *Fryske foarnammen/Friese voornamen*) as *Oane* skreaun heart te wurden.

<sup>29</sup> *Johanneke* is in fjouwerwurdliiddige foarm. Froulju dy't *Johanneke* hite, wurde dei en wei net om 'e nocht faak *Hanneke* neamd.

Krekt as by in ferlytingswurld, telt by in ferlytingsnamme de 'stomme e' dêr't de ~~Bestibbe~~ net-ferlytingsnamme op útgiet, net mei, der wurdt sjoen nei it bylûd ~~o~~flûd derfoar. Yn dit gefal telt dy 'stomme e' lykwols al mei, in út it hiele systeem wei besjoen ûngewoane sitewaasje. Dy kin der mei foar soarge ~~Fr~~awwe, dat der in apart froulik suffiks ~~-eke~~ ûnstien is. Neist ~~Gearteke~~ bygeljyks stiet net ~~Gearte~~, mar ~~Geart~~ of ~~Geartsje~~.

(20) ~~-ke nei -bl-p~~<sup>30</sup>

manljusnammen	<i>Fiebke, Gabbe, Pypke, Rapke, Rypke, Utpke</i>
frouljusnammen	<i>Bapke, Eapke, Fepke, Hobbe, Lobbe, Mapke, Oopke, Peebke, Sa(a)pke, Swobke, Ta(a)bke, Ta(a)pke, Waapke, Wabke</i>
beide	<i>Abke, Ebke, Epke, Fopke, Gepke, Hepke, Hipke, Iepke, Ipk, Ypke, Japke, Jepke, Jeipke, Jipke, Liepke, Lypke, Ljijipke, Lubke, Lupke, Popke, Repke, Sepke, Sibke, Sipke, Sypke, Sijpke, Tsjappke, Tsjêbke, Tsjepke, Tsjippe, Webke, Wepke, Wybke, Wypke, Wipke, Wubke, Wupke</i>

It is al sa, dat fan 'e nammen dy't foar manlju en froulju brûkt wurde kinne, guon my eigener oankomme foar froulju (*Gepke, Japke, Wypke*) en oaren foar manlju (*Ypke, Sipke, Tsjippe*); mar dat kin fansels mei ôfhingje fan wat-foar lju oft ik tafallich mei sa'n namme ken en dêrmei wurdt it wat persoanliks. Suver systematysk besjoen diskriminearret it einichste part ~~-b/pke~~ fan in namme net tusken froulju en manlju.

(21) ~~-ke nei -f/-v~~<sup>31</sup>

manljusnammen	<i>Syfke</i>
frouljusnammen	<i>A(a)fke, Alfke, Alofke, Baafke, Befke, Dúfke, Eefke, Gelfke, Ieffke, Yfke, Jeffke, Jieffe, Jifke, Lieffe, Reiffke, Roelfke, Roelofke</i>
beide	<i>Gofke, Ofke</i>

De tendins by dit patroan is kleardernoch dy fan in frouljusnamme.<sup>32</sup>

(22) ~~-ke nei -m~~

<sup>30</sup> ~~-b~~ is stimleas foar ~~-ke~~. Nammen op ~~-<bke>~~ komme wol foar.

<sup>31</sup> ~~-v~~ is stimleas foar ~~-ke~~. Nammen op ~~-<vke>~~ komme net foar.

<sup>32</sup> *Alofke* en *Roelofke* falle ûnder de generalisaasje dat it by in trijewurdiddige foarm op in ferlytingsuffixs om in frouljusnamme giet, sjoch (54)/(55) hjinnei.

manljusnammen	<i>Jemke, Jiemke, Jimke, Ramke</i>
frouljusnammen	<i>Alemke, Formke, Harmke, L(j)umke, Maamke, Nemke, Pimke, Riemke, Sjамke, Tamke, Temke, Wimke, Wymke, Wumke</i>
beide	<i>Amke, E(e)mke, Femke, Fimke, Hamke, Hemke, Himke, Hymke, Iemke, Imke, Ymke, Lamke</i> <sup>33</sup> , <i>Lemke, Limke, Lymke, Namke, Remke, Rimke</i> <sup>34</sup> , <i>Rymke, Romke, Semke, Simke, Symke, Tsjamke, Tsjemke, Tsjiemke, Tsjimke, Wemke</i>

Hjir is it ek wer sa, dat fan 'e nammen dy't foar manlju en froulju brûkt wurde kinne, de iene my eigener oankomt foar froulju en de oare foar manlju, mar dat kin ek wer wat persoanliks wêze. Suver systematysk besjoen diskriminearret it einichste part *-mke* fan in namme net tusken froulju en manlju, al is it tal suvere manljusnammen hiel lyts.<sup>35</sup>

(23) -ke *nei -r*

manljusnammen <sup>36</sup>	<i>A(a)rke, Borke, Garke, Gerke, Harke, Herke, Hearke, Hjerke, Jerke, Joarke, Terke</i>
frouljusnammen	<i>Poerke</i>
beide	<i>Pierke</i>

Dit patroan is fierwei it gewoanste foar manljusnammen. Dy hawwe meast in frouljusnammefariant op *-kje*: *Gerkje, Harkje, Herkje, Hearkje, Hjerkje, Jerkje, Joarkje, Pierkje (Pjirkje, Pirkje), Terkje*.<sup>37</sup>

(24) -ke *nei -s/-z*<sup>38</sup>

manljusnammen	<i>Anske</i>
frouljusnammen	<i>Binske, Dryske, Elske, Goalske, Goaske, Goeske, Hânske, Helske, Hinske, Rinske</i>
beide	<i>Eiske, Eske, Ienske, Inske, Ynske, Iske, Yske</i>

<sup>33</sup> Omdat *Lamke* meast as [lɑmpkə] útsprutsen wurdt, mei in saneamde 'ynkringende ploffer' (intrusive stop), is *Lampke* by my in bleate staveringsfariant, dy't hjir net apart opnommen is. Sjoch ek de noaten by guon nammen op *-mke* yn (43) hjirnei.

<sup>34</sup> *Rimpke* rekkenje ik as in bleate staveringsfariant, sjoch de foarige noat.

<sup>35</sup> *Alemke, Formke en Harmke*, al besteane de lêste twa út twa wurdliden, falle ûnder de generalisaasje dat it by in trijewurdldidige foarm op in ferlytysingssuffiks om in frouljusnamme giet, sjoch (54)/(55) hjirnei.

<sup>36</sup> Ik bin der net wis fan, oft yn 'e manljusnamme *Tsjerke* it suffiks *-ke* sit.

<sup>37</sup> Alle nammen op *-kje* binne frouljusnammen, sjoch §2.4.1 en §2.4.2 hjirnei.

<sup>38</sup> *-z* is stimleas foar *-ke*. Nammen op *-zke*> komme net foar.



It giet by  $\gamma$  dit patroan net om manljusnammen, mar om frouljusnammen en nammen dy't foar froulju en manlju brûkt wurde kinne.

Diagram *an* besjoen giet it hjir faak om dûbele ferlytysing, dat wol sizze, dat *-ske* yn *-st-ke* opdield wurde kin. Mar syngroan hawwe nammen as *Elske* en *Rinske*  $\neq$  inkealfâldige relaasje ta *Else* en *Rinse*.

(25) *-ke riel -dst -ts*<sup>39</sup>

manljusnammen	<i>Idske, Itske, Yiske, Ritske</i>
frouljusnammen	<i>Atske, Betske, Binske, Boatske, Gaatske, Gaatske, Gâtske, Goatske, Gutske, Gertske, Gatske, Graatske, Gretske, Hantske, Hedske, Hetske, Hiatske, Hoatske, Hoetske, Hotske, Idske, Ydske, Indske, Jaatske, Jadske, Jetske, Neantske, Sytske</i>
beide	<i>net fûn</i>

De tendins by dit patroan is dy fan in frouljusnamme. Histoarysk sjoen giet it hjir faak om dûbele ferlytysing, dat wol sizze, dat *-dtske* yn *-(d)t/st+-ke* opdield wurde kin. Mar syngroan hawwe nammen as *Idske, Jetske* en *Sytske* in inkealfâldige relaasje ta *Ids, Jetske* en *Sytske*.

## 2.2.2 De *four* ferlytysingsnammen spesifike konteksten fan *-ke*

(26) *-ke nei -t/-d*<sup>40</sup>

manljusnammen	<i>Hanke, Nanke</i>
frouljusnammen	<i>Aalke, Aarnke, Aad(r)ke, Antke, Arke, Doetke, Duotke, Eike, Herke, Hidke, Hinte, Intke, Yke, Okke, Rjurke, Ruerke, Rûrdke, Rûrdke, Rjunkte, Teartke, Terke</i>
beide	<i>net fûn</i>

*Botke* soe hjir skoan passe, mar it is by myn witten allinnich in skaanamme. De tendins by dit patroan is dy fan in frouljusnamme.

In namme op *-tke* heart jin minder gewoan oan. Soks jildt net foar deselden op *-lke* en *-nke* yn (27) en (28) hjirnei, dy't likegoed in net mear gongbere ferlytysingskontekst fan *-ke* sjen litte. It ferskil lit him suver fonologysk, yn termen fan kondysjes op wurddoergong, ferklearje. It kontakt tusken twa wurddiddien is idealer neigeraden dat it earste wurddid op in sonoarder segmint útgiet en it twadde mei in minder sonoar segmint begjint.

<sup>39</sup> *-d* is stinleas foar *-ske*. Nammen op *-<dskes>* komme wol foar.

<sup>40</sup> *-d* is stinleas foar *-ke*; nammen op *-<dke>* komme wol foar.

It ideale kontakt hat men dus, wannear't it earste wurdlid iepen is, d.w.s. op in lûd útgiet, en it twadde mei in ploffer begjint. *Hanike, Jelke* en *Nynke* wurde sa yn wurdlidden ferdield: (hont)<sub>o</sub>(kə)<sub>o</sub>, (jəl)<sub>o</sub>(kə)<sub>o</sub> en (niŋ)<sub>o</sub>(kə)<sub>o</sub>. It wurdlidkontakt yn *Jelke* en *Nynke* is goed, omdat *-l* en *-n* (*-ng*) (tige) sonoare bylûden binne en *k*-krek't net. Yn *Hantke* dêrfoar'er is it kontakt striemlin, want *-t* en *k*-binne, as stimleaze ploffers, like sonoar. Dêrom 'bekje' de nammen op *-tke* minder as dy op *-lke* en *-nke*. De sekwiŋsjes *-lk-* en *-ngk-* komme ek yn net-gearstalde wurden foar: *balke, tsjelke, polke, molke; planke, slinke, bonke*. Mar *-tk-* komt fierders allinnich mar yn gearstalde (iterative) tiidwurden foar, lykas *fâstkje, ruostkje* en *slyt[k]je* 'slydjeie'; yn 'e earste twa wurdt *-t-*, nei *-s-*, lykwols net útsprutsen (Hoekstra (1985)). Gearstalde foarmen smite wol gauris bylûdkloften op dy't net yn simpleksen fûn wurde.

(27) -ke nei -l

- manljusnammen *Ailke, Bolke, Ealke, Eelke, Eilke, Ielke, Felke, Gâlke, Galke, Halke, Halke, He(i)lke, Hylke, Holke, Jalke, Jelke, Jit(e)lke, Jolke* (SWH), *Lolke, Meelke, Olke, Salke, Tsjalke, Tsjelke, Walke, Wilke, Wolke*
- frouljusnammen *Dielke*
- beide *Elke, Falke, Neelke, Teelke, Ulke* (*ûlke, ûlke, ulke*)

By nammen op *-lke* is in manljusnamme it ûnmarkearre gefal.

(28) -ke nei -n

- manljusnammen *Donke, E(i)nke, Laanke, Onke, Sinke, Synke, Tinke*
- frouljusnammen *Kanke, Kinke, Kynke, Kunke, Linke, Meinke, Nanke, Neanke, Neenke, Nenke, Ninke, Nynke, Nonke, Tynke, Trynke, Tsjenke, Tunke*
- beide *Aanke, Anke, Benke, Binke, Eenke, Einke, Franke, Hanke, Henke, Hinke, Inke, Ynke, Janke, Jeenke, Jenke, Jinke, Menke, Minke, Mynke, Renke, Rinke, Rynke, Slynke, Winke, Wynke*

It sil komme fan tige frekwinte en as Frysk oanfjelde nammen as *Nynke* en *T(r)ynke*, dat men dit slach namme foaral mei froulju assosjearret, ek deselden dy't neffens de boekjes foar manlju likegoed as foar froulju te brûken binne.

De *-n-* yn nammen op *-nke* wurdt troch assimilaasje oan *-k-* ta de felare nasaal *-ng-* (-[ŋ]-). Omdat 'iûge' ferlyttingsnammen leksikalisearre binne,

koe dy *Fel*trens ta de ûnderlizzende foarm kommen wêze te hearren. Evidinsje dêrfoar koe de mear felare, mear efterlike útspraak fan 'e nasaal yn dizze nammen wêze neffens gefallen dat *-n* yn 'e sin oan *g-/k-* assimilearret, ferlykje *de-ng-* yn *ding* en *Nynke* mei dy yn *myn* (*myng*) *gong/kast*.

Mar dêr binne twa dingen dy't tsjin in ûnderlizzende felare nasaal /ŋ/ yn 'e nammen op *-nke* pleitsje. Yn it earste plak kin de felare nasaal allinnich nei in *koart* lûd foarkomme (Visser (1997:46-49)). Der binne lykwols nochal wat nammen op *-nke* mei in lang lûd of in delgeand twilûd: *Aanke, Eenke, Einke, Jeenke, Lanke, Meinke, Neanke* en *Neenke*. Omdat [-ŋ] as produkt fan assimilaasje fan plak al nei in lang lûd komme kin, lykas yn *oalŋ]-komme* en oan *lâŋ]* *gean*, moat men foar sokke nammen oannimme, dat se ûnderlizzend in *-/n/-* hawwe, bygelyks /a:nkə/, in foarm dy't troch assimilaasje yn [a:nkə] omset wurdt.

Yn it twadde plak binne der nochal wat nammen op *-ynke*: *Ynke, Kynke, Mynke, Nynke, Rynke, Synke, Tynke, Trynke* en *Wynke*. No komt it lûd /i/ armer of net foar de felare nasaal foar (De Haan (1999)). Mei in ûnderlizzende *-/n/-* binne de nammen op *-nke* wat dat oangiet gjin probleem.

Alles mei-inoar liket it dus de baas en nim yn dit slach namme de ûnderlizzende (dentale) nasaal /n/ oan, dy't yn 'e útspraak lykwols nea te hearren is.

De patroanen yn (26) oant en mei (28) kamen earder ek wol by ferlysing fan haadwurden foar, lykas yn *nûke, pa(a)nke, toeke, tranke, wurde, holke, hanke* en *manke*.

Nammen op *-ch+ke* (*-g+ke*), *-k+ke* en *-ng+ke* binne der net. Nei felaren hat it suffiks *-(k)je* it geweld suver allinnich, sjoch §2.4 hjirnei.

### 2.2.3 Gearfetting

Oan it ein fan 'e behanneling fan 'e ferlytingsnammen op *-ke* is it faaks net ferkeard en set de útkomsten op in rjehje, om de tendinzen dúdliker útkomsten te litten. Mei it each op dat lêste haw ik by fjouwer of minder foarbylden fan in slach namme foar ien fan 'e trije skiften – manljusnamme (m), frouljusnamme (f), beide (m/f) – rekkene, dat dat slach namme foar dat skift net foarkomt.

(29) *oersjoch fan 'e nammen op -ke*

	<b>m</b>	<b>f</b>	<b>m/f</b>
nei lûd	+	+	+
nei 'stomme e'	-	+	-
nei <i>-b/-p</i>	+	+	+
nei <i>-f/-v</i>	-	+	-
nei <i>-m</i>	-	+	+
nei <i>-r</i>	+	-	-
nei <i>-s (-d/ts)</i>	-	+	-
nei <i>-t/-d</i>	-	+	-
nei <i>-l</i>	+	-	+
nei <i>-n</i>	+	+	+

Ferlytsingsnammen op *-ke* binne oer it generaal net spesifyk foar manlju of froulju. By de subpatroanen sjogge wy lykwols dat nammen op *-eke*, *-fke*, *-(d/t)ske* en *-tdke* frouljusnammen binne, wylst dat foar manljusnammen allinnich foar dyselden op *-rke* jildt. Frouljusnammen hawwe dus wol in grutter oanpart yn dit slach nammen, mar der kin abslút net sein wurde, dat it hjir yn 'e gewoane regel om frouljusnammen giet. By de helte fan 'e subpatroanen giet it om nammen dy't foar froulju en manlju brûkt wurde kinne.

2.3 *Nammen op -tsje*

Nammen op *-tsje* wurde mear foar froulju as foar manlju brûkt. Yn (30) jou ik in pear foarbylden:

(30) *foarbylden fan nammen op -tsje*

manljusnammen	<i>Ealtsje</i>
frouljusnammen	<i>Hiltsje, Jantsje, Loltsje, Neeltsje, Strytsje</i>
beide	<i>Eeltsje, Mintsje, Myntsje, Wiltsje</i>

Om oan 'e weet te kommen, wannear't in ferlytsingsnamme op *-tsje* foar froulju of manlju te brûken is, sil ik de kontekst foar *-tsje* wer by del. Earst gean ik de konteksten nei dêr't *-tsje* by gewoane ferlytsingswurden yn foar komt, dêrnei de spesifike konteksten foar ferlytsingsnammen.

De trijewurdliiddige nammen op *-tsje* binne yn dizze seksje net opnommen; dy falle ûnder de generalisaasje dat it by in trijewurdliiddige namme op

in ferlyttingsufliks om in frouljusnamme giet en komme by (54)/(55) hjirnei o'zai 'e oarder.

### 2.3.1 *De konteksten fan -tsje by gewoane ferlyttingswurden*

(31) *-tsje nei -l*

manljusnammen	<i>Ealtsje</i>
frouljusnammen	<i>Altsje, Deeltsje, Dieltsje, Foltse, Gealtsje, Geltsje, Gjaltsje, Gjeltsje, Gjoeltsje (SWH?), Gualtsje, Heeltsje, Heiltsje, Heltsje, Hiltsje, Jaltsje, Jiltsje, Joltsje, Jultsje, Jultsje, Lottsje, Meeltsje, Meiltsje, Meltsje, Neeltsje, Neltse, Noltsje, Paltsje, Reeltsje, Roeltsje, Sjoltse, Skeltsje, Skoltse (SWH), Soltsje, Taaltsje, Teiltsje, Teltsje, Toltsje, Tjaltsje, Tseltsje, Tsiiltsje, Tsjoltsje (SWH), Waaltsje, Waltsje, Wåltsje, Weltsje, Woltsje</i>
beide	<i>Aaltsje, Eeltsje, Eltsje, Hyltsje, Jeltsje, Siltsje (Skylge), Uiltsje (ultsje, últsje, últsje), Wealtsje, Willtsje</i>

Foar nammen op *-ltsje* is in frouljusnamme it ûnmarkearre gefal. Wol gauris siuet dêr dan in (ûnmarkearre) manljusnamme op *-lke* neist, sjoch (27) hjirfoar, al is dat gjin izerfêst patroan.

(32) *-tsje nei -dl-<sup>41</sup>*

manljusnammen	<i>Aadsje</i> (neist Ade), <i>Boltsje</i> (neist Bolte), <i>Bontsje</i> (neist Bonte), <i>Edsje</i> (neist Edde), <i>Holtsje</i> (neist Holte), <i>Jentsje</i> (neist Jente), <i>Keltsje</i> (neist Kette), <i>Roaltsje</i> (neist Roat), <i>Rûtsje</i> (neist Rûl), <i>Uiltsje</i> ( <i>ultsje, últsje</i> ) (neist Ule)
frouljusnammen	<i>A(a)ltsje</i> (neist Ate), <i>Baardsje</i> (neist Baard), <i>Bartsje</i> (neist Bart), <i>Batsje</i> (neist Bate), <i>Bearnstsje</i> (neist Beantt), <i>Beartsje</i> (neist Beart), <i>Bentsje</i> (neist Bent(e)), <i>Bertsje</i> (neist Bert), <i>Betsje</i> (neist Bet), <i>Boatsje</i> (neist Boate), <i>Botsje</i> (neist Botte), <i>Dalaltsje</i> (neist Date), <i>Dautsje</i> (neist Dautsen?), <i>Dêdsje</i> (neist Dêde), <i>Deedsje</i> (neist Dede?), <i>Didsje</i> (neist Diddle?), <i>Dydsje</i> (neist Dede?), <i>Dirtsje</i> (neist Dede?), <i>Ditsje</i> (neist Dite?), <i>Dytsje</i> (neist Dede?), <i>Detsje</i> (neist Dette), <i>Doedsje</i>

<sup>41</sup> *-tsje* wurdt yn dit gefal as *-sje* stavere; omdat *-tsje* ek nei *-n* komt, jou ik by de nammen op *-dtsje/-sje* en deselden op *-nitsje* yn (33) hjirnei hieltyd oan neist watfoar namme oft se steane.

(neist Doede), *Doetsje* (neist Doede), *Doutsje* (neist Doutsen?), *Duotsje* (neist Doede), *Dudsje* (neist Duerd/?), *Dutsje* (neist Duerd/?), *Dürdsje* (neist Duerd/?), *Eardsje* (neist Eard(e)), *Eartsje* (neist Eart), *Eatsje* (neist Eate), *Eetsje* (neist Ete), *Entsje* (neist Ente), *Etsje* (neist Elite), *Feitsje* (neist Feite), *Fetsje* (neist Fette), *Fredsje* (neist Frede(rik)?), *Geartsje* (neist Geart), *G(j)etsje* (neist Geart), *Grytsje* (neist Gryt), *Haatsje* (neist Hate), *Hantsje* (neist Hante), *Hartsje* (neist Hart), *Heitsje* (neist Heite), *Hertsje* (neist Hert), *Hetsje* (neist Hette), *Hitsje* (neist Hitte), *Ho(a)itsje* (neist Ho(a)ite), *Huitsje* (neist Huite), *Ialsje* (neist Idde), *Iedsje* (neist Iede), *Itsje* (neist Itte), *Ytsje* (neist Ite), *Jertsje* (neist Jert), *Jetsje* (neist Jette), *Jeuartsje* (neist Jeurt?), *Jiedsje* (neist Jiede?), *Jietsje* (neist Jiete?), *Jitsje* (neist Jit(te)), *Judsje* (neist Jued), *Kluertsje* (neist Kluerd), *Koertsje* (neist Koert), *Lotsje* (neist Lot of Charlotte), *Luertsje* (neist Luerd(se(n))?), *Ma(r)tsje* (neist Martsen?), *Meitsje* (neist Meit(se)?), *Metsje* (neist Mette(n)), *Moatsje* (neist Moad?), *Moitsje* (neist Moad?), *Moutsje* (neist Moed?), *Murtsje* (neist Murkje?), *Nutsje* (neist Nutte), *Otsje* (neist Otte), *Pytsje* (neist Pyt), *Reidsje* (neist Reid), *Raindsje* (neist Raind), *Reindsje* (neist Reind), *Rytsje* (neist Ryt), *Rjuitsje* (neist Ruerd?), *Ruertsje* (neist Ruerd), *Rürdsje* (neist Ruerd), *Ruartsje* (neist Ruerd), *Seartsje* (neist Seart?), *Setsje* (neist Set(te)), *Siedsje* (neist Sied), *Sierdsje* (neist Sierd), *Sietsje* (neist Siet), *Sjaardsje* (neist Sjaard), *Sjartsje* (neist Sjaard), *Sjetsje* (neist Sjet-te)), *Sjietsje* (neist Sjiete?), *Sjoerdsje* (neist Sjoerd), *Sjúrdsje* (neist Sjoerd), *Sjuitsje* (neist Sjoerd), *Skoutsje* (neist Skout), *Skútsje* (neist Skút), *Súdsje* (neist Suerd), *Súrdsje* (neist Suerd), *Tatsje* (neist Tatte), *Teardsje* (neist Teard(e)), *Teatsje* (neist Teate), *Tetsje* (neist Tete), *Tietsje* (neist Tiete), *Tytsje* (neist Tite), *Tredsje* (neist Trede, Treed?), *Tsjaardsje* (neist Tsjaard), *Tsjeardsje* (neist Tsjeard), *Tsjadsje* (neist Tsjade)<sup>42</sup>, *Tsjédsje* (neist Tsjéde), *Tsjerdsje* (neist Tsjerd),

<sup>42</sup> Yn *Adsje*, *Atsje*, *Batsje*, *Datsje* en *Tsjadsje* is troch ferkoaring [a] foar in tosklûd kommen te stean, dat oars yn it Frysk net mei; ferlykje yn dit ferbân wurden as (*hy*) *hat*, *rwaddê*, *master* en *hastich*, dy't allyksa in troch ferkoaring ûntstiene [a] foar in tosklûd hawwe.

*Tjersje* (neist Tsjert), *Weartsje* (neist Weart), *Wydsje* (neist Wyd, Wide), *Wiersje* (neist Wierd), *Wirsje* (neist Witte), *Woudsje* (neist Woud), *Woutsje* (neist Wout)

*Aitsje* (neist Ait(e)), *Brântsje* (neist Brand), *Eitsje* (neist Eit(e)), *Eltje* (neist Elite), *letsje* (neist Iete), *Lentsje* (neist Lente), *lntsje* (neist Inte), *Yntsje* (neist Ynte), *Jatsje* (neist Jatte), *Jeltsje* (neist Jelte), *Jotsje* (neist Jotte), *Luntsje* (neist Lutte), *Lintsje* (neist Lút, Lute), *Mintsje* (neist Minte), *Myntsje* (neist Mynt), *Sytsje* (neist Sile), *Tjersje* (neist Tsjette), *Tsjietste* (neist Tsjete), *Tsjintsje* (neist Tsjitte), *Wentsje* (neist Wente), *Wintsje* (neist Winne), *Wynsje* (neist Wynte)

Yn fierwei de measte gefallen hawwe wy hjir mei in frouljusnamme te dwaan.

In namme as *Jeltsje* kin neist *Jelle* of *Jelte* stean: beide relaasjes binne like trochsichtich, dat *Jeltsje* is hjir en by (31) hjirfoar opnommen. Sa kinne de manljusnamme *Jentsje* en de manljus- en frouljusnamme *Wynsje* neist *Jenne* of *Jente* en *Winne* of *Winte* stean en dêrom binne se hjir en by (33) hjirnei opnommen.

De frouljusnamme *Joastsje* (neist *Joast*) kin der net op troch, omdat er op 'e sekwinste *-stysje* útgiet. Om deselde reden kinne tiidwurden swak II mei in stam op *-st* gjin foarmen op *-stysje* hawwe, bygelyks *befeesje* en *ynlistsje* ynste fan *befeesstje* en *ynlistsje* (Visser (1993)). Ferlykje de namme *Kerst(t)je* (neist *Kerst*), dy't wol yn 'e es is.<sup>43</sup>

(33) *-tsje nei -n*<sup>44</sup>

manljusnammen	<i>Jentsje</i> (neist Jenne)
frouljusnammen	<i>Aantsje</i> (neist Ane), <i>Aarnsje</i> (neist Aarn), <i>Earnsje</i> (neist Earn), <i>Antsje</i> (neist Ane, Anne) <sup>45</sup> , <i>Bearnsje</i> (neist Bearn), <i>Bentsje</i> (neist Benne), <i>Bintsje</i> (neist Binne), <i>Entsje</i> (neist Enne), <i>Fentsje</i> (neist Fen(ne)), <i>Fintsje</i> (neist Fin(ne)), <i>Froantsje</i> (neist Froane), <i>Gornisje</i> (neist Gorn(e)?), <i>Heintsje</i> (neist Hein(e)),

<sup>43</sup> *Joastsje* is op side 36 fan *Fryske foarnammen/Friese voornamen* te finen, *Kerst(t)je* op side 37.

<sup>44</sup> Sjoch ek noat 41 hjirfoar.

<sup>45</sup> Neffens my wurdt *Antsje* mei [-ɔ]- útsprutsen, wylst *Ane* (m) en *Anne* (f) [-a(:)]-hawwe. De troch ferkoarting ûnstriene [-al]-moat hjir foar it oosklúd *n* rûne wêze, dat *Antsje* alhiel mei de Fryske fonoksys yn 't ijk brocht hat. Ferlykje lykwols noat 42 hjirfoar.

*Hentsje* (neist Henne), *Hintsje* (neist Hinne), *Ientsje* (neist Iene), *Yntsje* (neist Ine), *Jaantsje* (neist Jaan), *Jantsje* (neist Jan), *Jeentsje* (neist Jeen), *Jontsje* (neist Joan)<sup>46</sup>, *Kintsje* (neist Kinne), *Koentsje* (neist Koen(e)), *Kryntsje* (neist Krine), *Leentsje* (neist Leen), *Leintsje* (neist Lein), *Leuntsje* (neist Leun(e)?), *Lintsje* (neist Linne), *Lynsje* (neist Line), *Luntsje* (neist Lunne), *Lûntsje* (neist Lûne), *Lûntsje* (neist Lune), *Meintsje* (neist Meine), *Moantsje* (neist Moane)<sup>47</sup>, *Montsje* (neist Monne), *Muntsje* (neist Munne), *Na(a)ntsje* (neist Naan, Nane), *Neantsje* (neist Neane, of Neantske?), *Neentsje* (neist Nene, of Neenske?), *Nentsje* (neist Nenne), *Nintsje* (neist Ninne), *Noentsje* (neist Noen), *Nontsje* (neist Nonne), *Oentsje* (neist Oene), *Ontsje* (neist Onne), *Pleuntsje* (neist Pleun), *Ploantsje* (neist Ploan), *Rontsje* (neist Ronne), *Santsje* (neist Sane, Sanne), *Sentsje* (neist Senne), *Sintsje* (neist Sinne), *Syntsje* (neist Sine), *Skoantsje* (neist Skoane?), *Steen- tsje* (neist Steen), *Syntsje* (neist Slyn of Kristina), *Swaantsje* (neist Swaan), *Ta(a)ntsje* (neist Taan, Tane)<sup>48</sup>, *Teuntsje* (neist Teun), *Tintsje* (neist Tinne), *Tryntsje* (neist (Ka)tryn), *Weintsje* (neist Wein)

beide

Yn fierwei de measte gefallen hawwe wy hjir ek wer in frouljusnamme.

<sup>46</sup> De namme *Joon* is net neffens de Fryske fonotaksis, omdat [o:], op in pear útsûnderingen nei, net foar tosklûden foarkomt (Visser (1997:19-20)). Ik nim dêrom oan, dat *Jontsje* syngroan neist *Joan* stiet, al wit ik net fan near gefallen dat ferkoarte *oa* as *o* foar de hearen komt.

<sup>47</sup> De foarm *Moonitsje*, dy't yn *Fryske foarnammen/Friese voornamen* op side 40 jûn wurdt, is in ûnfryske skriuwwize: sjoch ek de noat hjirfoar.

<sup>48</sup> Yn *Nantsje*, *Santsje* en *Tantsje* is [a] troch ferkoarting foar in tosklûd kommen te stean, ferlykje noat 42 hjirfoar.



### 2.3.2 De fər fertytingsnammen spesifike konteksten fan -tsje

(34) -tsje nei in lûd	
manljusnammen	net fûn
frouljusnammen	<i>Boatsje, Froatsje</i> (?), <i>Gaitsje, Geitsje, Goaitsje, Goutsje, Haaitsje, Heitsje, Hoaitsje, Jaaitsje, Jantsje, Joutsje, Loutsje, Lúwtsje, Meitsje, Moatsje, Moitsje, Sientsje, Sijtsje</i>
beide	<i>Aitsje</i>

In frouljusnamme is hjir kleardernoch wer it ûnmarkearre gefal.

Frouljusnammen hat men ek mei *Ho(a)lertsje, Jurretsje, Siemetsje, Tiemetsje* en *Tsjêbertsje*, dy't neist de manljusnammen *Ho(a)lre, Jurre, Sieme, Tieme* en *Tsjêbe* steane. It opfallende is hjir, dat de einichste 'stomme e' fan 'e manljusnamme net skraст is. Dizze nammen binne dêrnei te fertlykjen mei dy fan (19) hjirfoar, al komme se jin lang sa eigen net oan.

(35) -tsje nei -p/-b <sup>49</sup>	
manljusnammen	net fûn
frouljusnammen	<i>Obtsje, Septsje</i> <sup>50</sup>
beide	net fûn

(36) -tsje nei -m	
manljusnammen	net fûn
frouljusnammen	<i>Germitsje, Hermitsje, Imtsje, Ymutsje, Jomutsje, Lamtsje, Rimtsje</i> (Skylge), <i>Romtsje, Tsjimtsje</i>
beide	net fûn

(37) -tsje nei -r <sup>51</sup>	
manljusnammen	net fûn

<sup>49</sup> -b is stimleas foar -tsje; yn *Obtsje* wurdt <b> wol skreaun.

<sup>50</sup> *Obkye* en *Sepk(i)je* steane dêrneist; soks liket op klearre wiksel fan -tsje mei -k(i)je. -ts- en -k- wikselje wol near yn it Frysk (Wissert (1997:104-106)). Sa steane neist de nammen *Jetske, Tsjitske* en *Luitske* de flaanammen *Jekke, Tjitke* en *Lutke*. En yn it paradiigma fan tiidwurden op -tsje en -ekke hat men wat soartgeelyks: *reitsje -rekke, rekke -ruzen*.

<sup>51</sup> r sil yn dizze kontekst meastal ston wêze.

frouljusnammen	<i>Artsje, Ertsje, Bartsje, Bertsje, Djeurtsje, Djuurtsje, Hartsje, Hertsje Klaartsje, Muurtsje, Ortsje, Piertsje, Sjartsje, Tjertsje</i>
beide	net fûn

De nammen *Bartsje/Bertsje* en *Hartsje/Hertsje* kinne neist de manljusnammen *Barre/Berre* en *Harre/Herre* stean, mar likegoed neist *Bart/Bert* en *Hart/Hert*; dêrom binne se hjir en by (32) hjirfoar opnommen.

(38) -tsje *nei -ch/-y*<sup>52</sup>

manljusnammen	net fûn
frouljusnammen	<i>Aachtsje</i>
beide	net fûn

Nei *-ch/-y* is *-je* kleardermôch favoryt, sjoch §2.4.1 hjirnei.

(39) -tsje *nei -ng*

manljusnammen	net fûn
frouljusnammen	<i>Tsjallingtsje</i>
beide	net fûn

Nei *-ng* is *-(k)je* it gewoane gefal, sjoch ek §2.4.1 hjirnei.

(40) -tsje *nei -k*

manljusnammen	net fûn
frouljusnammen	<i>Anktsje, Ektsje, Iksje, Jektsje, Jouktsje, Lolktsje, Oktsje, Rinktsje, Sjouktsje</i>
beide	net fûn

Diagroan sjoen sil it by *-ktsje* wol om dûbele ferlytsing gean: *-k~~k~~+tsje*. Nei *-k* is *-je* oars it gewoane gefal, sjoch wer §2.4.1 hjirnei. In namme op *-ktsje* heart jîn minder gewoan oan; ferlykje wat der nei oanlieding fan 'e nammen op *-tke* yn (26) hjirfoar oer ideale en minder ideale wurldoergongen sein is.

Nammen op *-ftsje* (nei *-f/-v*) komme net foar.

---

<sup>52</sup> -y is stimleas foar *-tsje*.

### 2.3.3 *Ge'afetting*

By de ferlytsingsnammen op *-tsje* is in frouljusnamme it ûnmarkearre gefal. Jildt dat al foar de de konteksten dy't men ek hat by gewoane ferlytsingswurden, sjoch (31) o/m (33), yn 'e oare konteksten, sjoch (34) o/m (40), komme frouljusnammen alhiel net foar.

Ferlytsingsfoarmen lykas *Baaisje*, *Doaisje*, *Haaisje*, *Jaat(i)tsje*, *Lûwtsje*, *Hol(a)itstje*, *Obsje*, *Sepstje*, *Algetstje*, *Atgetstje*, *Dieuwertstje*, *Djurtstje*, *Eigetstje*, *Pietstje*, *Alemstje*, *Jochemstje*, *Lamstje*, *Aachtstje*, *Tsjallingstje* komme mar allinnich by persoansnammen foar, net by haadwurden. Men hat hjir **mi** oare wurden persoansnamme-spesifike ferlytsing. De feroaring yn it ferlytsingssysteem by haadwurden is sa, dat it suffiks *-tsje* it suffiks *-ke* ûnderstek docht; ferlytsingswurden as *spikerstje* en *truisje* wurde (noch) as hollanistren sjoen.

Der binne aardich minder ynstansiasjes fan dizze persoansnamme-spesifike ferlytsing as fan 'e ferlytsing dy't lykop giet mei it systeem fan 'e haadwurden. Boppedat komme sokke ferlytsingsnammen jin ek minder 'eigen' oan. De noarm by it beoardieljen fan ferlytsingsnammen is dêrmei it systeem fan ferlytsing by haadwurden.<sup>53</sup>

### 2.4 *Nammen op -je*

Op in hiele pear úsûnderingen nei, wurde nammen op *-je* allinnich foar froulju brûkt.<sup>54</sup> Ik sil no de konteksten foar *-je* besjen. Earst wer de konteksten dêr't *-je* by gewoane ferlytsingswurden yn foakkomt, dêrnei de spesifike konteksten foar ferlytsingsnammen.

<sup>53</sup> Men freget jin ôf, wêrom oft de minder gewoane ferlytsingsgong dan dochs keazen is. Faaks giet it hjir om werferfryskenge fan amtlike, feriederlânske nammen: *Ymkje* (Frysk) → *Ymjtje* (amtlik feriederlânske) → *Ymstje* (werferfryske). Soks ûnderstelt dan wol in tige grutte ynfloed fan it amtlike Nederlânsk op it Frysk.

<sup>54</sup> Nammen op *-tsje* kinne ek foar manlju brûkt wurde. Hoe makket in taalbrûker no it ferskil tusken nammen op *-tsje* en *-je*? Oars sein, wannear't in Fryskprater in him ûnbekende namme op *-ljet* tsjinkomt en fêststeltle moat oft er mei in frouljus- of manljusnamme te krijen hat, hoe komt er der dan ta om earst nei te gean, oft de namme op *-ljet* tigelet en, at dat sa is, op grûn fan dy ynformaasje te beslissen? Dêrfoar moatte wy oanslute by it feit dat *-tsje* spesifiker is as *-je*: alle nammen op *-tsje* geane ek op *-je* út, mar oarsom net. Neffens it (universele) Elsewhere Principle (Kiparsky (1973)) giet in spesifikere regel foar in algemineren ien (en slút de earste de lêste út). Ik nim oan, dat dat prinsipe hjir ek jildt: earst wurdt foar de nammen op *-tsje* fêststeld, oft it om in frouljus- of manljusnamme giet; dêrnei wurde alle nammen op *-je* oan 'e frouljusnammen tawisd.

#### 2.4.1 de konteksten fan -je by gewoane ferlyttingswurden

##### (41) -je nei -ch/-y<sup>55</sup>

Der binne by dizze nammen fjouwer kategoryen te ûnderskieden.

- I** neist in namme op -g(e)<sup>56</sup>  
*Aachje, Diechje, Echje, Eechje, Elchje, Ychje, Jouchje, Lûchje, Lûchje, Maachje, Marchje, Merchje, Murchje, Serchje (SEH)*<sup>57</sup>, *Ts(j)iechje*
- II** neist in (manljus)namme op -ich  
*Jarichje*
- III** neist in (frouljus)namme op -brich<sup>58</sup>  
*Albrichje, Dibbrichje, Diebrichje, Elbrichje, Garbrichje, Gelbrichje, Gerbrichje, Ibrichje, Lybrichje, Liebrichje, Lob(b)richje, Lub(b)richje (Lubberchje), Sibrichje, Tsjibbrichje, Wibbrichje, Wibrichje (SEH), Wobbrichje*
- IV** neist in tenwurlddige namme of in twawurlddigen ien op 'stomme e'  
*Annichje, Eabichje, Emmichje, Fimmichje, Ibbichje, Iddichje, Idichje, Jadichje, Jappichje, Jellichje, Judichje, Jurrichje, Keunichje, Kunnichje (SEH)*<sup>59</sup>, *Lammichje, Lemnichje, Libbichje, Limmichje (SEH), Lummichje, Marrichje, Nannichje, Obbichje, Reinichje (Reinichje), Rienichje (SEH), Sinnichje (SEH), Tammichje (SEH), Tsjallichje,*

<sup>55</sup> -y is stumleas foar -je.

<sup>56</sup> Yn Winkler (1898:256) wurdt suggerearre, dat *Melchje* fan *Melger/Melcher* komt, in ferbastering fan 'e tsjerklike namme *Melchior*. At dat sa is, dan is by dizze ferlytting it einichste part -er fan 'e grûnfoarm skrast. Yn 'e bernetaalfertlyttingswurden *finke* (fan *finger*) en *hynke* (fan *hynder*) komt dat ek foar.

*Melchje* koe ek as in ynkoarte foarm fan *Mellichje* (neist *Melle*) analysearre wurde. It probleem dêrmei is, dat de foarm *Mellichje* net foar liket te kommen - ik haw him teminsten net fûn - en dat yn 'e trijewurlddige foarmen op -ichje de middelste stomme 'e' (-i-) nea skrast wurdt. Dat lêste hat men yn *Reinichje*, dat neist *Reinichje* foarkomt (*Fryske foarnammen/Friese voornamen*, side 42); dat is ek it iennichste gefal dat ik tsjinkommen bin.

<sup>57</sup> SEH stiet foar: Súdeasthoeke.  
<sup>58</sup> *Garbrichje, Gerbrichje* en *Gelbrichje* wurde ek wol skreaun mei einichst <echje>, dat ik as in bleate (staverings)variant fan <ichje> opfetsje.

<sup>59</sup> *Kunnichje* stiet neist *Kunne*. It is my net dúdlik, hoe't it lange lûd yn *Keunichje* ferklearre wurde moat; rekking yn iepen wurld is net algemien yn it Frysk. Faaks dat wy dêrom foar dit hiele kompleks oan *Keune* as grûnfoarm tinke moatte, dêr't *Kunnichje* troch de yn it Frysk moai algemiene lûdferkoarting fan ôflaat wêze kin, wylst yn *Keunichje, Keuninkje, Keunje* en *Keunskje* it lange lûd oanhouden is. Mar, al komt de skaanamme *Keuning* foar, de (manljus)namme *Keune* bin ik net tsjinkommen.

*Tsjelbichje, Tsjibbichje* (SEH), *Ummichje* (SEH), *Wemnichje* (SEH), *Wibbichje* (SEH), *Wimmichje* (SEH), *Wubbichje* (SEH)

De nammen *Jannechje, Jebbechje, Jenechje, Jemnechje* en *Jibbechje* wurde mei <-e<chje> skreaun, in fariant fan <-ichje>, sjoch ek noat 58 hjitfoar.

Omda **t** dizze nammen neist in ienwurlddige namme of in twawurlddigen ien op 'stomme e' steane, liket *-ichje* hjir as in selsstannich suffiks te fungearjen. It is faaks loswekke út it wurdein *-brichje* fan 'e nammen fan skift III.<sup>e0</sup>

Noch al wat nammen fan dit skift binne bân oan 'e Súdeasthoeke. Faaks net om 'e nocht grinzel dy oan 'e Stellingwerwen en Drinte, dêr't frouljusnammen lykas *Lammechten* en *Wobbechten* foarkomme. Dat ferbân wurdt yn *Winkler* (1898) al least gauris lein. It kin hjir om oan it Nedersaksysk ûntliende en oan 'e Fryske fonotaksis oangepaste nammen gean.

De nammen fan skift II, III en IV falle ûnder de generalisaasje dat it by in trijewurlddige foarm op in ferlyingsuffixs om in frouljusnamme giet, sjoch (54)/(55) hjirnei.

(42) -je *rrei* -ng<sup>61</sup>

*Harrinkje, Tsjallinkje, Wal(l)inkje*

De namme *Keuninkje* slút him hjirby oan; dy soe neist de skaainamme *Keuning* stean kinne, al is dat net it gewoane patroan. Yn *Ringje* (*Fryske foarnammen/Fryske voornamen*, side 42) is der gjin *-k-* ynfoege of de *-k-* yn *Rinkje* is wêrfallen, beide like ûngewoane opsjes.

Dizze nammen binne trijewurlddich en falle dêrnei ûnder in widere generalisaasje oangande frouljusnammen, sjoch (54)/(55) hjirnei.

(43) -je *rrei* -k

*Aadjke, Aakje, Abkje, Aikje, Alkje, Amkje, Ankje, Anskje, Aukje, Bankje, Benskje, Bieu(w)kje, Bokje, Boukje, Brikje, Broarkje, Broerkje, Bruorkje, Brunskje, Brûnskje, Derkje, Dirkje, Durkje, Doekje, Doekje, Doukje, Eadjke, Eekje, Eartje, Eankje, Ealkje, Ealkje, Ealkje, Eerkje, Eimkje, Einskje, Eiskje, Elkje, Elkje, Emkje<sup>62</sup>, Epkje, Etkje, Falkje, Feikje, Fijkje, Fekje, Femkje, Fimkje, Fymkje, Finkje, Foekje, Fokje, Folkje, Fopkje, Frankje,*

<sup>60</sup> Neist in manljusnamme op *-bren* stiet in frouljusnamme op *-brich* of *-brichje*, bygelyks *Sibren* ~ *Sibrich/Sibrichje*. Op grûn fan sokke pearren kin ta it suffiks *-ichje* besletten wêze.

<sup>61</sup> Tusken *-ng* en *-je* wurdt *-k-* ynfoege. Dat makket dat de nammen fan dit skift yn 'e lêste trije segminten net fan dy fan skift (43) hjirnei ferskille.

<sup>62</sup> *Empkje* beskôge ik as in bleate staveringssariant.

Frankje, Frânske, Fraukje, Frearkje, Freekje, Frikje, Freikje, Freukje, Freetje,  
 Fritske, Fropkje, Froukje, Fuskje, Gaikje, Gaukje, Geelkje, Geklje, Geklje,  
 Gepkje, Gerkje, Getskje, Go(a)lkje, Goukje, Groukje, Guikje, Haakje, Haalskje,  
 Hainskje, Hakje, Halkje, Hânskje, Harkje, Harmkje, Haukje, Hearkje, Healkje,  
 Heinkje, Heinskje, Heinskje, Hemkje, Henkje, Hepkje, Herkje, Hylkje, Himkje,  
 Hinkje, Hipkje, Hoatskje, Hoatskje, Hoatskje, Hoatskje, Hoatskje, Hoatskje, Hoatskje,  
 Holkje, Homkje, Houkje, Idskje, Iekje, Iemkje, Imkje, Ymkje<sup>63</sup>, Ienskje, Iepkje,  
 Iepkje, Ypkje, Ieskje, Yskje, Ieukje, Ylkje, Inkje, Ynskje, Intkje, Ypkje, Yskje,  
 Yskje, Iskje, Jaapkje, Jalkje, Japkje, Jaukje, Jeepkje, Jiepkje, Jipkje, Jiepkje,  
 Jeeukje, Jieukje, Jeipkje, Jekje, Jemkje, Jenkje<sup>64</sup>, Jenskje, Jiepkje, Jerkje, Jeskje,  
 Jielkje, Jiemkje<sup>65</sup>, Jifkje, Jilkje, Jimkje, Jiskje, Joarkje, Joekje, Jolkje, Jorkje,  
 Joukje, Jukje, Keunskje, Kunskje, Kleiskje, Lamkje<sup>66</sup>, Laukje, Leaukje,  
 Leukje, Lieukje, Ljoukje, Leelkje, Leinkje, Lelkje, Lemkje, Liepkje, Lipkje,  
 Lypkje, Ljipkje, Likje, Limkje<sup>67</sup>, Liskje, Lyskje, Loekje, Lokje, Lolkje,  
 Lubkje, Lupkje, Lumkje, Mamkje, Markje, Meekje, Meinskje, Melkje,  
 Menskje, Mykje, Minkje, Minskje, Murkje, Namkje, Neiskje, Nieskje,  
 Niskje, Njinskje, Obkje, Oebkje, Oobkje, Oopkje, Oekje, Oelkje, Oepkje,  
 Oukje, Palskje, Pearkje, Peekje, Perkje, Pierkje, Pykje, Pypkje, Pjerkje,  
 Pjirkje, Pokje, Pompkje, Popkje, Raaukje, Ramkje, Ranskje, Reekje,  
 Reenskje, Reinskje, Reinskje, Rientskje, Rijkje, Rykje, Rimkje, Rymkje, Riemkje,  
 Rienskje, Rienskje, Rinskje, Romkje<sup>68</sup>, Romkje, Rookje, Roukje, Rûwkje, Rinkje,  
 Rinskje, Rypkje, Romkje<sup>69</sup>, Romkje, Rookje, Rookje, Rûwkje, Sa(a)kje, Sa(a)pkje,  
 Seaskje, Semkje, Simkje<sup>70</sup>, Sepkje, Sybkje, Siemkje, Sierkje, Silkje, Sykje,  
 Sipkje, Sypkje, Siuwkje, Stûwkje, Sjerkje, Sjenkje, Sjenkje, Sjenkje, Sjenkje,  
 Sjirkje, Sjopkje, Sjoukje, Sjúkje, Sjukje, Solkje, Soopkje, Soukje, Stoukje,  
 Swobkje, Taapkje, Teakje, Teekje, Temkje, Terkje, Tieskje, Tyskje, Toukje,  
 Tsja(a)kje, Tsjalkje, Tsjamkje, Tsjapkje, Tsjaukje, Tsjemkje, Tsjenkje,  
 Tsjepkje, Tsjerkje, Tsjeskje, Tsjetskje, Tsjoukje, Tsjibkje, Tsjiepkje,  
 Tsjimkje, Tsjipkje, Tsjirkje, Tsjiskje, Tsjomkje, Tsjoukje, Tsjukje, Ukje,  
 Ullkje (ulkje, ûlkje, ûlkje), Uwkje, Wabkje, Walkje, Weekje, Wemkje<sup>71</sup>,  
 Wenkje, Wimkje, Wymkje, Wepkje, Wybkje, Wikje, Wilkje, Witkje,

<sup>63</sup> *Impkje en Ympkje* beskôgje ik as bleate staveringsfarianten.

<sup>64</sup> Yn *Fryske foarnammen/Friese voornamen* wurdt op side 36 allinnich de foarm *Jenkjen* neamd; itselde jildt foar Winkler (1898:196). Omdat de froulike ferlyttingsnammen op *-kjen* suver altyd in fariant op *-kje* hawwe - mar oarsom net -, nim ik oan dat *Jenkje* wol foarkomt. Komôf en funksjonearjen fan dat *-kjen* soenen nochris neigongen wurde moatte.

<sup>65</sup> *Jiemkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

<sup>66</sup> *Lampkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

<sup>67</sup> *Limpkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

<sup>68</sup> *Rempkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

<sup>69</sup> *Rompkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

<sup>70</sup> *Simpkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

<sup>71</sup> *Wempkje* beskôgje ik as in bleate staveringsfariant.

*Wylkje*, *Wipkje*, *Wypkje*, *Wiskje*, *Wobkje*, *Wopkje*, *Wolkje*, *Womkje*,  
*Wubkje*, *Wupkje*

Ik haw **trij** allinnich de twawurdiddige nammen op *-kje* jûn. De trijwurdiddigen fille ûnder de widere generalisaasje oer trijwurdiddige frouljusnammen en wurde yn (54)/(55) hjirnei behannele en neamd.

Yn 'e kontekst fan it nammelânskip fan Nederlân as gehiel binne nammen op *-kje* i n yndikator fan 'Fryskens': by ien mei sa'n namme tinkt men fuort oan Frysk komôf of yn alle gefallen oan Fryske 'roots'.

#### 2.4.2 *Dûbel* ferlytse nammen op *-kje*

Yn (43) binne it meast allegear nammen dêr't, diatroan sjoen, it suffiks *-ke* yn opslcten sit, bygelyks yn *Hylkje* en *Lolkje*, dy't har as *Hilê+ke+je* en *Lollê+ke+je* analysearje litte. Men hat dan dûbele ferlytsing. Dêrby kinne de neikommende patroanen ûnderskaat wurde (sjoch ek Hoekstra (1986:142)):

(44) *patroanen by dûbel ferlytse nammen op -kje*<sup>72</sup>

a. manljusnamme ~ manljusnamme (ferlytse) ~ frouljusnamme (dûbel ferlytse)

*Bauwe* ~ *Bauke* ~ *Baukje*, *Feie* ~ *Feike* ~ *Feikje*, *Hile* ~ *Hylke* ~ *Hylkje*, *Lolle* ~ *Lolke* ~ *Lolkje*

b. manljusnamme ~ frouljusnamme (ferlytse) ~ frouljusnamme (dûbel ferlytse)

*Minske* ~ *Minske* ~ *Minskje*, *Neantse* ~ *Neantske* ~ *Neantskje*, *Rinse* ~ *Rinske* ~ *Rinskje*, *Sape* ~ *Saapke* ~ *Saapkje*

Ut it bestean fan in namme op *-kje* kin dus meastal ta it bestean fan in ferlytsingsnamme op *-ke* beslcten wurde. Mar de *k*- fan *-kje* kin ek ta de grûnfoarm fan in namme hearre, lykas yn *Durkje* (*Durk+je*) en *Fokje* (*Fokkê+je*).

It tal nammen op *-kje* is ferskuerrende grut. Mei dêrtroch is it net ûnmooglik, dat *-kje* him ta in selsstannich suffiks ûnjûn hat. Sa lykje *Broarkje*, *Broerkje* en *Bruorkje* streekriocht neist *Broar* en *Broer* te stean, sûnder 'tuskenkonst' fan 'e ferlytsingsnammen *Broarke*, *Broerke* en *Bruorke*.

<sup>72</sup>

Syngroan sjoen nim ik oan, dat namme, ferlytsingsnamme en dûbele ferlytsingsnamme neistinoar steane, dat ik mei it teken '-~' oanjou. Sjoch foar dûbele ferlytsing ek §1.2.2.1 hjirfoar.

De generalisaasje dy't makke wurde kin, is dat it by in dûbel ferlytse namme om in frouljusnamme giet.<sup>73</sup>

### 2.4.3 De foar ferlytysingsnammen spesifike konteksten fan -je

(45) -je nei in lûd<sup>74</sup>

*Eje, Ije*

(46) -je nei -b/-p<sup>75</sup>

*Bapje, Epje, Fopje, Gepje, Iepje, Iepje, Ja(a)pje, Jeepje, Joepje, Koopje, L(j)ipje, Lobje, Oobje, Popje, Sa(a)pje, Searpje, Sipje, Syppje, Wipje, Wypje, Wobje, Wopje*

De nammen yn (47) geane op -mpje út:

(47) *nammen op -mpje*

*Fempje, Harmpje, Hermpje, Jimpje, Nampje, Rympje, Sempje, Sempje, Wempje, Wimpje*

At dizze nammen neist *Fem(ma)*, *Harm*, *Herm*, *Jimme*, *Nammen*, *Rimme* (*Rymme*), *Semme*, *Simme*, *Wemme* en *Wimme* steane, hawwe wy hjir sa't it liket mei it suffiks -pje te krijen.<sup>76</sup> Omdat dat oars as ferlytysingssuffiks yn it Frysk foarkeam noch foarkomt, is dit in minder winsklike analyze. Mooglik

<sup>73</sup> Diafroan sjoen hat men trijedûbele ferlytysing, neffens it patroan yn (i):

- (i) manljusnamme ~ manljusnamme (ferlytse) ~ frouljusnamme (dûbel ferlytse) ~ frouljusnamme (trijedûbel ferlytse)  
*Minne ~ Minse ~ Minske ~ Minskje, Neane ~ Neantse ~ Neantske ~ Neantskje*

<sup>74</sup> Hjir binne altyd de âlde, net mear produktive suffiksen fan §2.1 mei anneks. Sa'n trijedûbel ferlytse namme is ek altyd in frouljusnamme. It is by dit skift nammen sûnder neier diafroan ûndersyk faak net út te meitsjen, oft -lje) de realisearring fan it suffiks -je is of dat wy mei in yn 'e sekwinisje foarlûd + [ə] ynskode j te krijen hawwe, lykas yn *Aaie* [a:je] (< [a:je]) en *Duie* [dʌ:je]. Sa'n oergongs-j waard yn 'e stavering fan foar 1980 nammers skreaun. *Aye/Aje* (m), *Luije* (m) en *Tieje* (f/m) (side 6, 17 en 23/45 fan *Fryske foarnammen/Friese voornamen*) haw ik dêrom net by (45) opnommen.

<sup>75</sup> -b is stimleas foar -je; yn *Lobje*, *Oobje* en *Wobje* wurdt <ch>- wol skreaun.  
<sup>76</sup> Foar *Nampje* moat dan oannommen wurde, dat it part -en fan *Nammen* skraast is. By it ôflieden fan bewennersnammen/eigenskipswurden fan plaknammen komt sokke 'trunkaasje' ek wol foar, bygelyks yn *Drachister* (neist *Drachten*) en *Froubuorsier* (neist *Froubuorren*).



kinne di *zze* nammen ek sa analysearre wurde, dat se neist *Femkje, Hannkje, Hermkje, Jinkje, Nankje, Rynkje, Semkje, Sinkje, Wemkje* en *Winkje* steare. In namme as *Femkje* wurdt yn 'e regel as [fɛmpkjɛ] útsprutsen, mei in saneande 'ynkringende ploffer' (intrusive stop); de nammen yn (47) soenen *dêr* út weromfoarme wêze kinne. Dan moat -k- lykwols skrast wurde en ik *wît* net fan mear gefallen dat in ynkringende ploffer him sa op 'e foargrûn kringt, dat er in oar segmint út it stee wrol. Dêrmei bliuwe dizze nammen in analytysk probleem.

(48) -je *nɛi -f/-v*<sup>77</sup>

*Aafje, Baafje, Dûfje, Eefje, Eijfe, Haafje, Ieffje, Offje, Roelfje (Roeloffje)*

(49) -je *nɛi -l*

*Peelje, Seelje*

(50) -je *nɛi -n*<sup>78</sup>

*Aanje, Einje, Ynje, Keunje, Mynje, Rel(in)je, Rienje*

(51) -je *nɛi -r*

*Doerje*

(52) -je *nɛi -s*

*Ansjɛ, Asjɛ, Besjɛ, Dr(i)ewesjɛ, Eijsjɛ, Elsjɛ, Esjɛ, Froalsjɛ, Geesjɛ, Geisjɛ, Gillesjɛ, Gysjɛ, Goesjɛ, Hesjɛ, Hinsjɛ, Hisjɛ (It Amelân), Idsjɛ, Iedsjɛ, Jannesjɛ, Jesjɛ, Jousjɛ, Keesjɛ, Klada(j)sjɛ, Kleisjɛ, Kornelisjɛ, Korjɛ, Kralsjɛ, Lysjɛ, Lusjɛ, Meinsjɛ, Meisjɛ, Minsjɛ, Mysjɛ, Neesjɛ, Neisjɛ, Nie(r)sjɛ, Nysjɛ, Rensjɛ (Skylge), Rensjɛ, Riensjɛ, Rinsjɛ, Risjɛ (It Amelân), Roasjɛ, Sasjɛ, Siesjɛ, Sysjɛ, Sjearsjɛ, Sinsjɛ, Teunnsjɛ, Thomasjɛ, Tiesjɛ, Tysjɛ, Tjesjɛ, Tjissjɛ, Wisjɛ, Wysjɛ*

Nammen op *-nje* komme net foar. Nammen op *-tjel/-dje* ek net; dy sekwin-sjes komme yn it Frysk ek amper of net foar. Nammen dy't yn 'e Nederlânske (skreaune) foarm op *-tje* útgeane, geane yn it Frysk op *-tsje* út. De útgong *-dje* is der allinnich yn wurden lykas *jidje (jierdei)* en *midje (middei)*. De gewoane útgong dêrfoar is *-dzje*, sa't men dy hat yn

<sup>77</sup> -v is stimleas foar *-je*.

<sup>78</sup> *Rel(in)je* is in manljusnamme.

tiidwurden fan 'e twadde swakke klasse (*breidzje, duldzje*) en guon haadwurden (*keraadzje, stúdzje, jidzje (jierdei), midzje (middel)*).

Krekt as de nammen op *-tsje* fan §2.3.2 hjirfoar, komme de nammen op *-je* fan dizze subparagraaf, lykas *Eje; Gepje, Ypje, Koopje, Oobje, Sypje, Sjerpje; Baafje, Haafje, Ofje; Peelje; Aanje, Rienje; Doerje; Ansjje, Geesje, Goesje, Klaasje, Lysje, Wisje*, jin foar it meastepart 'ûneigen' en ek 'ûnfrysk' oan. De foarmen dy't op men op grûn fan it hjoeddeistige systeem ferwachtsje mocht, te witten dy op *-ke* of *-kje*, lykas *Tieke; Gepk(j)e, Ypk(j)e, Koopke, Oobk(j)e, Sypk(j)e, Sjerpke; Baafke, Offk(j)e; Aanke, Rienkje; Doerke; Anskje, Geeske, Goeske, Klaaske, Lyske, Wisk(j)e*, steane der yn 'e regel neist.

## 2.5 Gearfetting fan alle patroanen

Ferlytingsnammen kinne yn it Frysk net allinnich foar froulju, mar ek foar manlju brûkt wurde. Wannear't der oan neiere kontekstuele betingsten fol-dien wurdt, kinne de suffiksen *-ke* en *-tsje* diskriminearje tusken in manljus-en in frouljusnamme. Der hawwe har datoangeande patroanen ôftekene, dy't ik yn (53) gearfetsje:<sup>79</sup>

### (53) patroanen yn ferlytingsnammen

#### a. manljusnammen

nammen op *-rke*

#### b. frouljusnammen

nammen op *-je*

nammen op *-eke, -fke, -ske, -dkel-ike*

nammen op *lûd+ -tsje, -btsjel-pisje, -misje, -rtsje, -chtsje, -ngtsje, -ktsje*

#### c. manljus- en frouljusnammen

nammen op *lûd+ke, -bkel-pke, -mke, -lke, -nke*

<sup>79</sup> Sjoch §2.2.3 hjirfoar, foaral it skema yn (29), foar in gearfetting fan 'e patroanen mei de nammen op *-ke*, §2.3.3 foar ien mei dy op *-tsje* en §2.4 foar ien mei deselden op *-je*.

nammen op *-ltsje*, *-dtsjel-tsjje*, *-mtsje*

Der binne dus wol mear typyske patroanen foar frouljus- as foar manljusnammen, mar ferlytingsnammen binne út noch yn net oan 'e earsten bân.

## 2.6 In trijewurdlike patroan foar frouljusnammen

By de patroanen yn (53) is it om in beskaat ferlytings-suffiks yn in beskate kontekst te rêden. Der is lykwols ek in patroan dat foar alle trije ferlytings-suffixen jildt. It giet dêrby om trijewurdlike frouljusnammen. De nammen dy't oan dat spesifike patroan foldogge, meitsje in subset út fan 'e nammen neffens de algemiene patroanen yn (53). Ik jou it patroan yn (54):

### (54) *trijewurdlike patroan foar ferlytingsnammen*

in ferlytingsnamme fan trije wurddiden is in frouljusnamme

Sokke trijewurdlike foarmen hawwe in beklamme earste wurddid, dan in ûnbeklamme wurddid (meast mei in 'stomme e') en as lêste in ûnbeklamme wurddid mei it suffiks.<sup>80</sup> Mearysk sjoen giet it om in daktylus. Ik jou yn (55) no earst de gefallen dy't ik fine kinnen haw:

### (55) *trijewurdlike ferlytingsnammen (frouljusnammen)*

a. *mei* it suffiks *-je*

*op* -ichje<sup>81</sup>.

*Abichje*, *Albrichje* (*Alberchje*), *Annichje*, *Dibbrichje*, *Diebrichje*, *Elbrichje*, *Ellichje*, *Emnichje* (SEH), *Finnichje* (Lmst)<sup>82</sup>, *Garbrichje*, *Gelbrichje*, *Gerbrichje*, *Hobbichje* (Lmst), *Ibichje*, *Ibrichje*, *Iddichje* (Lmst, Gasterlân), *Idichje*, *Jaichje*, *Jannichje*, *Jappichje*, *Jarichje*, *Jebbichje* (Lmst), *Jellichje* (Lmst), *Jenichje*, *Jennichje* (Lmst), *Jibichje*, *Judichje*<sup>83</sup>, *Jurrichje*, *Keunichje*, *Lammichje* (SEH), *Lemnichje*,

<sup>80</sup> De nammen *Marijke/Marika*, sjoch (55b) hjirnei, en *Jeroenstje*, sjoch (55c) hjirnei, wike, mei de klam op it twadde wurddid, fan dit patroan ôf.

<sup>81</sup> Ik haw dat hjir konsekwiint as <ichje>-stavere, ek at *Fryske foarnammen/Friese voornamen* <echje> hat.

Nochal wat nammen fan dit skift binne bân oan 'e Súdhoeko (Súdeasthoeko, Lemsterlân, Gasterlân, Stellingwerven). Nei oanlieding fan 'e trijewurdlike nammen fan skift IV fan (41) hjirfoar haw ik al opmurken, dat soks grif net om 'e nocht wêze sil.

<sup>82</sup> *Lmst* stiel foar Lemsterlân.

<sup>83</sup> *Judichje* sil dêr in fariant, mei ferskerping fan *-ch-* ta *-k-*, fan wêze.

*Libbichje* (SEH), *Librichje*, *Liebichje*, *Liebrichje*, *Liebrichje*, *Limmichje* (SEH), *Lob(b)richje*, *Lubbrichje* (*Lubberchje*), *Lubbichje*, *Lubrichje*, *Lummichje*, *Marrichje* (SEH), *Marrichje*, *Nammichje*, *Obbichje*, *Reinichje*, *Rienichje*, *Rinnichje* (SEH), *Sibbichje* (SEH), *Sibrichje* (*Siberchje*), *Sinnichje* (SEH), *Tammichje* (SEH), *Tsjallichje*, *Tsjêbichje*, *Tsjibbichje* (SEH), *Tsjibbrichje*, *Ummichje* (SEH), *Webbichje* (Lmst), *Stellingwerven*, *Wemmichje* (SEH), *Wibbichje* (SEH), *Wibbrichje*, *Wibrichje* (SEH), *Wimmichje* (SEH), *Wubbichje* (SEH)

op -kje:

*Aaldrikje* (*Aalderkje*), *Aalrikje*, *Elikje*, *Ellekje*, *Erikje*, *Hindrikje* (*Hinderkje*), *Innikje*, *Iwikje*, *Jabikje*, *Japikje*, *Jappekje*, *Keuninkje*, *Lubbenkje*, *Piterkje*, *Pitrikje*, *Pytrikje*, *Pjitrrikje*, *Tsjallinkje*, *Wal(l)inkje*<sup>84</sup>

op -fje:

*Roeloffje* (*Roelfje*)

op -sje:

*Andersje*, *Andrysjje*, *Dr(i)ewesje*, *Gillesje*, *Jannesje*, *Kornelisje*, *Krelisje*, *Roeloffje*, *Teunisje*, *Thomasje*

b. mei it suffiks -ke

*Alemke*, *Alefke*, *Alofke*, *Amelke*, *Anderske*, *Andryske*, *Dr(i)eweske*, *Floariske*, *Fremerke*, *Gilleske*, *Hebelke*, *Janneske*, *Jerrelske*<sup>85</sup>, *Jilleske*, *Jochemke*, *Johanneske*, *Jouwerke*, *Kneliske*, *Kn(j)illeske*, *Kornelis-*

<sup>84</sup> By *Tsjallinkje* en *Wal(l)inkje* giet it om in tusken -ng en -je ynskode -k-, sjoch ek (42) hjirfoar.

<sup>85</sup> Neist *Jerreltsje* stiet de namme *Jerrelske*. Hawwe wy yn dy lêste mei in apart suffiks -ske te dwaan? Neist *Jilliske* komt de ynkoarte foarm *Jilске* foar; wannear't dy neist *Jille* tocht wurdt, kin der op grûn fan it pear *Jille* ~ *Jilске* ta it suffiks -ske besletten wêze. Ferylkje ek de pearren frouljusnammen *Kingje* ~ *Kingske* en *Kinke* ~ *Kinkske*, dêr't -ske him suver yn optwingt. Betink dêrby, dat der ek in suffiks -ske foar it ôflieden fan oantsjuttingen fan froulju is, dat him bygelyks oppenearret yn *smidske* (neist *smid*), *kastleinske* (neist *kastlein*) en *kammeraatske* (neist *kammeraat*). De ôfliedingen op -ske kinne yn begjinsele twa betsjuttingen hawwe: 'it spesifyk froulike eksimplaar fan 'e persoan dy't troch it grûnwurd neamd wurdt' en 'frou fan 'e persoan dy't troch it grûnwurd neamd wurdt' (Hoekstra (1998:92)). Sa kin mei *kastleinske* in froulike kastlein, mar ek de frou fan 'e kastlein oantsjut wurde. Hoekstra wiist derop, dat -ske-ôfliedingen mei de betsjutting 'frou fan' allinnich as persoansnamme brûkt wurde kinne en dus nea in lidwurd by har hawwe. Yn in sin as *Kastleinske moat de glêzen omspiele* giet it altyd om 'e frou fan 'e yn 'e kontekst bekende kastlein, wylst it yn *De kastleinske moat de glêzen omspiele* mar allinnich om in froulike kastlein gean kin. Ferylkje ek noat 91 hjirnei foar -pje.

*ke, Larenske, Lourenske, Mewecke, Moederke, Nolduske, Ourenske, Paralutke, Piterke, Reierke, Reinofke, Roelofke, Roneske, Sanderke, Sigerte, Teeuwiske, Tenniske, Tunniske, Thomaske, Widmerke, Wigerte, Willenke, Wimerke, Wobbelke, Wouterke*

It suffiks *-te* docht him hjir, op 'e nammen *Amelke, Hebbelke* en *Wobbelke* nei, allin *an*h yn 'e hjoeddeistige kontekst fan haadwurdljke ferlysting foar; earder h aw ik al opmurken, dat nammen op *-lke*, lykas *Hylke* en *Lolke*, jim as hiel *eigen* oankomme. De frouljusnammen yn (19) hjirfoar op *-eke*, lykas *Anneke, Eriekke, Janneke* en *Teetseke*, fôegje har ek nei dit patroan.<sup>86</sup>

c. *mei it suffiks -tsje*

*Aaldertsjie, Aarlandsjje, Abeltsjje, Alantsjje, Aldertsjje, Alentsjje, Algertsjje, Andelstsjje, Angersjje, Arensjje, Arjentsjje, Asseltsjje, Astersjje, Autsjje, Barbarsjje, Battersjje, Barendsjje, Bartelstjje, Bearendsjje, Bindertsjje, Binnertsjje, Dienwersjje, Doekelstjje, Dorentsjje, Eabelstjje, Ebertsjje, Eeldertsjje, Elantsjje, Elbertsjje, Egbertsjje, Eibertsjje, Elgersjje, Emmertsjje, Erytsjje, Evertsje, Ewoudsjje, Fogelstjje, Fokelstjje, Fokkelstjje, Folkertsjje, Garrelstjje, Gebbensjje, Gerbrantsjje, Gerbensjje, Gerlandsjje, Gemensjje, Gerrysjje, Gysbertsjje, G(j)errysjje, Goarrelstjje, Goarytsjje, Godertsjje, Govertsjje, Habeltstjje, Halbertsjje, Harrtsjje, Harrytsjje, Herrtsjje, Henrytsjje, Hasseltsjje, Heabelstjje, Hebelstjje, Hebelstjje<sup>87</sup>, Hegelstjje, Heizelstjje, Hesselsjje, Hibbelstjje, Hilbertsjje, Hilbrantsjje, Holajite(r)tsjje, Houwelstjje, Hubertsjje, Ibelstjje, Ibertsjje, Ielbelstjje, Iedelstjje, Ymbertsjje, Immerstjje, Ingbertsjje, Ingelstjje, Ipeelstjje, Ysbertsjje, Ysbrantsjje, Jabelstjje, Jakkelsjje, Jaspersjje, Jebbelstjje, Jebelstjje, Jelgertsjje, Jellansjje, Jerralstjje, Jiel(r)selstjje, Jilderstjje, Jiselstjje (Jysseelstjje), Jisselstjje, Jissertsjje, Joarytsjje, Jortysjje, Jochemsjje, Johansjje, Joldertsjje, Jolmersjje, Jouwertsjje, Jurgensjje, Jurjentsjje, Jurrentsjje, Jurretsjje, Jurrysje, Kaspersjje, Koendertsjje, Kommertsjje, Kundertsjje, Lammersjje, Leendertsjje, Leffertsjje, Libelstjje, Likelstjje, Lotgertsjje, Lutgertsjje, Lubbertsjje, Machelstjje, Maggelstjje, Mangelsjje, Martentsjje, Mertentsjje, Mechelstjje, Meielstjje, Mein(d)ertsjje, Mettentsjje, Mindelstjje, Mindersjje, Myndertsjje, Minnolstjje, Nannentsjje, Nikelstjje, Oebelstjje, Olfertsjje, Orrelstjje<sup>88</sup>, Osselsjje,*

<sup>86</sup> De trije manljusnammen op *-eke* yn (19), *Iseke, Nanneke* en *Onke*, en de twa dy't foar froulju en manlju brûkt wurde kinne, *Jenneke* en *Urneke*, binne de iennichste útsûnderingen dy't ik ken. Sôkke manljusnammen komme jin as nei sa gewoan oan.

<sup>87</sup> Winkler (1898:151) jout *Hebelstjje* as in manljusnamme ("M."), mar by *Hebelke* wurde *Hebelstjje* en *Heebelstjje* as frouljusnammen neamd en wurdt der nei *Heebelstjje* ferwiisd. Ik nim oan, dat it hjir om in flater/fersein giet, al wurdt der yn de list mei "Aanvullingen en Verbeteringen" efterryn neat oer sein.

<sup>88</sup> Neffens de útspraak en de staveringsegels soe dit *Oarrelstjje* wêze moatte.

*Petersje, Piterysje, Reindersje, Reinoltsje, Reinousje, Rengersje, Riemerisje, Rieuwerisje, Rikeltsje, Rimmertsje, Rindertsje, Rimmersje, Ringertsje, Rodmertsje, Rommertsje, Ruigertsje, Sakeltsje, Seakeltsje, Sandersje, Sebeltsje, Sibbeltsje, Sibelsje, Sibe(r)tsje, Siboltsje, Siboutsje, Sibrântsje, Sibrentsje, Sievertsje, Sigersje, Simontsje, Simensje, Siemetsje, Sisseltsje, Steffentsje, Stoffertsje, Teakeltsje, Ticheltsje, Tiemantsje, Tiemetsje, Timentsje, Timmelsje, Timmertsje, Tsjallingsje, Tsjêbetsje, Tsjibbeltsje, Ulbertsje, Urseltsje, Wabeltsje, Wâltertsje, Welmoedsje, Wendeltsje, Wesseltsje, Wibertsje, Wibrântsje, Wibrentsje, Wichertsje, Wiegeltsje, Wigertsje, Wiggeltsje, Wiggertsje, Windeltsje, Wyndeltsje, Wobbeltsje, Wolkertsje, Woutersje*

It giet by dit slach namme net om trijewurdliedichheid per se, sa't oan 'e manljusnammen op *-ele* (*Lakkele, Sibbele, Wobbele*) en *-eren* (*Siberen, Wiberen*) bliken docht. Mar at it om ien en itselde suffiks giet, is dy trijewurdliedichheid wol krusiaal. Sa binne twawurdliedige nammen op *-rke*, lykas *Gerke, Harke* en *Jerke*, manljusnammen (sjoch (23) hjirfoar). Mei in trijewurdliedige namme mei deselde útgong, lykas *Piterke, Sanderke* en *Wimerke*, hat men altyd in frouljusnamme te pakken (sjoch (55b) hjirfoar).

Fierders giet it hjir om 'iûge' ferlytsingsnammen. Yn (3) hjirfoar haw ik in pear foarbylden fan syngroane konnotative ferlytsing fan persoansnammen jûn. De trijewurdliedige manljusnammen *Piterke, Pibeke* en *Âlteke* hearre dêr ek ta. Dêrfan komt allinnich *Piterke* ek as 'iûge' frouljusnamme foar.

It suffiks *-tsje* komt hjir aardich mear foar as *-ke*, wylst *-ke* yn it Frysk by haadwurdferytsing dochts it ûnmarkearre gefal útmakket.<sup>89</sup> Yn persoansnammen moat *-tsje* fan âlds al in grutte rol spile en sa syn eigen plak krige hawwe. It komt yn dit slach namme ek gauris foar yn in kontekst, dêr't it yn haadwurden hjoed de dei as in Nederlânsk ynslûpsel beskôge wurdt.

De twawurdliedige frouljusnammen yn (56) lykje net ûnder it hjir bleatleine patroan beflapt wurde te kinnen:

(56) *Formke, Germtsje, Harmke, Harmpje, Hernke, Hermpje, Hermtsje, Jarmke*

It feit dat de stam, dat wol sizze it part sûnder it suffiks, op <rm> útgiet, makket soks lykwols al mooglik. Yn Visser (1997:132-136) wurdt sjen litten, dat it eigenskip jout, dat wurden op <rm> (en <lm>) ûnderlizzend op *-rêm/* (en *-lêm/*) útgane. Dat jildt dan fansels ek foar nammen. At *Formke* en *Germtsje* ûnderlizzend as */fôrêmke/* en */gerêmtsje/* represintearre wurde,

<sup>89</sup> Sa komt it ek nei in lûd foar, dêr't de kar net troch in bylûd beynfloede wêze kin.

binne se klear op trijewurdiddichheid en krijt men der om samar te sizzen op ta, dat it frouljusnammen binne.<sup>90</sup> Der hoecht dan gjin aparte generalisaasje foar dit slach nammen formulearre te wurden.<sup>91</sup> De twawurdiddige útspraak, dy't men in soad tsjinkomt – sjoch de foarmen yn (56) –, kin ferklearre wurde troch delesje fan 'e twadde 'stomme e', dy't ritnysk goed oannimlik te meitsjen is. It resultaat is in kreaze trogee.

Yn (57) jou ik de fjouwerwurdiddige nammen op in suffiks dy't ik fûn haw:

(57) *Aalderikje, Adriaansje, Amarianske, Angenietste, Federikje, Frederikje, Severynste*

*Amarinske, Angenietste* en *Severynste* hawwe gjin begjinklam, mar in beklamme wurdlied foar it suffiks. It tal fjouwerwurdiddige nammen kin net lykje by dat fan 'e trijewurdiddigen. Sa is (54) in generalisaasje mei in grut berik.

### 3 By einsluten

Neffens Cohen e.o. (1961?:26) hearre eigennammen ta it rânegebiet fan 'e taal, oars sein, it binne marginale wurden. Mei dit stik hoopje ik dat it dúdlik wurden is, dat sokke 'marginalia' taalkundich sjoen sa marginaal noch net binne en wier wol har njsgjirige kanten hawwe.

Ik haw hjir in begjin makke mei it neigean fan watfoar patroanen oft der op it stik fan ferlytingsnammen binne. Dêr hie ik allinnich mar wat ûndúdlike ideeën oer. Dy binne no aardich oanskerpe. Der binne patroanen foar frouljusnammen, foar manljusnammen en foar frouljus- en manljusnammen oan it ljocht kommen. Boppedat is it ek dúdlik wurden wêr't ferlytingswurdfarming en ferlysing by persoansnammen gelyk binne en wêr't se fanninoar ferskille.

Der binne fansels noch de nedige winsken foar fuortset ûndersyk. Alder earst nei pearfoarming by ferlytingsnammen; stiet bygelyks neist in frouljusnamme op *-kje* (suver) altyd in manljusnamme op *-ke*? Mar hoe't it sit mei ynkoarte ferlytingsnammen, lykas *Bouk* neist *Boukje*, is ek nedich goed útsocht. Der is op dit med noch genôch te dwaan.

<sup>90</sup> *Gorniste* - de *r* wurdt útsprutsen l - kin foar it neist sa ek analysearre wurde.

<sup>91</sup> Soks tsjut der ek op dat *-pje*, lykas yn *Harmjtel/Hermjle*, as in apart suffiks analysearre wurde moat, dat it Frysk bûten persoansnammen net hat (sjoch ek (47) hjirfoar). Ferlykje noat 85 hjirfoar foar it suffiks *-ske*.

## Literatuer

- Boelens, Kr. (1984)  
'Fan teankes en stultskes', yn: *De Pompeblêden*, 55, ss. 280-281.
- Boelens, Kr. (1987)  
'Fan hûs út oarstalige bern ûnderweis nei Fryske ferlyttingsfoarmen', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 3, ss. 73-88.
- Cohen, A. e.o. (1961<sup>2</sup>)  
*Fonologie van het Nederlands en het Fries*. Inleiding tot de moderne klankleer, 's-Gravenhage.
- Donaldson, B. (1994)  
'Afrikaans', yn: E. König en J. van der Auwera (eds.), *The Germanic Languages*, London and New York, ss. 478-504.
- Feitsma, A. (ed.) (1955)  
*Waatte Gribberts Bruyloft*, synoptysk mei Teweschen Hochtjyd en Tewesken Kindelbehr (= *Estrikken*, nr. 7), Grins.
- Feitsma, A. (ed.) (1956)  
*Frysk út de 17<sup>de</sup> ieu, teksten en fragminten* (= *Estrikken*, nr. 15), Grins.
- Feitsma, A. en R. Bosma (eds.) (1962)  
*Frysk út de 18<sup>de</sup> ieu, teksten en tekstfragminten*. Diel IV: 1780-1800 en net datearre stikken (= *Estrikken*, nr. 23), Grins.
- Fryske foarnammen/Friese voornamen* (1987)
- Fryske foarnammen/Friese voornamen*, Drachten/Ljouwert, 1987.
- Gerritzen, D. (1999)  
'Creativiteit bij voornamen. Een historisch overzicht van de naamgeving in Nederland vanuit morfologisch perspectief', yn: *Nederlandse Taalkunde*, 4, ss. 206-215.
- Gerritzen, D. (2001a)  
'Voornamen: wat onderzoeken we en waarom?', yn: *GrammaTTT, tijdschrift voor taalwetenschap*, 8, ss. 249-266.
- Gerritzen, D. (2001b)  
'Voornamen in Friesland. Over Friese namen, patroniemen en meernamigheid', yn: J. Frieswijk e.o. (eds.), *Oer Fryske minsken/over Friese mensen* (= *It Beaken*, jrg. 63, nr. 3/4), ss. 179-189.
- Gildemacher, K.F. (1995)  
'Vrouwennamen in het begin van de 16de eeuw in Wymbriteradeel (Friesland)', yn: *Naamkunde*, 27, ss. 131-150.
- Haan, G.J. de (1999)  
'Frisian monophthongs and syllable structure', yn: *Us Wurk*, 48, ss. 19-30.
- Haan, R. de (2002)  
*Fryske foarnammen/Friese voornamen*, Leeuwarden/Ljouwert.



- Hoekem a, T. (1965)  
 'Ta it foljtingswurd', yn: *Us Wurk*, 14, ss. 62-68.
- Hoekstra, I. (1985)  
 'r-dele<sup>u</sup>in before suffix-initial *st* in Modern West Frisian', yn: *Nowele*, nr. 5, ss. 63-76.
- Hoekstra, I. (1986)  
 'Fertylsing en syn njonkenkategoryen', yn: L.G. Jansma e.o. (eds.), *Philologica Frisica anno 1984*, Ljouwert, ss. 131-150.
- Hoekstra, I. (1998)  
*Fryske wurdfoarming*, Ljouwert.
- Hoekstra, I. en W. Visser (1996)  
 'De-en *t*-wurd en it Frysk', yn: *Us Wurk*, 45, ss. 55-78.
- Hofmann, D. (1961)  
*Die k-Diminutiva im nordfriesischen und in verwandten Sprachen*, Böhlau, KölnGraz.
- Kiparsky, P. (1973)  
 'Eisewhare' in Phonology', yn: S.R. Anderson en P. Kiparsky (eds.), *A Festschrift for Morris Halle*, New York, ss. 93-106.
- Postma, O. (1978)  
*Samle fersen*, Ljouwert/Baarn.
- Sipma, P. (1952)  
*Fryske Nammekunde*. I. Foar- en Skaeinammen. Drachten.
- Visser, W. (1989)  
 'Oer fertylsing nei felaren', yn: A.M.J. Riemersma, Tr. Riemersma en W. Visser (eds.), *Frysk & Vrije Universiteit (1949-1989)*, Amsterdam, ss. 193-202.
- Visser, W. (1992)  
 'Oer -je en -JE. De morfology en fonology fan it einichste wurd diel -je', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 7, ss. 69-87.
- Visser, W. (1993)  
 'In kwesje fan haastjen: oer hoe't yn it Frysk de sekwinjes -sts- en -tje miid wurde', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 8, ss. 123-130.
- Visser, W. (1997)  
*The Syllable in Frisian* (= HIL Dissertations, nr. 30), The Hague.
- Winkler, J. (1898)  
*Friesche Naamlijst (Onomasticon Frisicum)*, Leeuwarden.
- WFT (1984-)  
*Wurdboek fan de Fryske taall/Woordenboek der Friese taal*, Ljouwert/Leeuwarden.

